Argyf Standertwurdlist / oanpassing Steatestavering

7 Hindrik Sijens, Friesch Dagblad, 23 juny 2012,
Pûs of poes.

8 Abe de Vries, weblog Seedyksterfeartfisk, 27 novimber 2012,
Moai sa litte.

9 Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 7 desimber 2012,
Polderje mei Fryske stavering. (ynterview mei Anne Dykstra)

10 Pieter de Groot, Leeuwarder Courant, 23 novimber 2012,
Rebûlje.

11 Pieter de Groot, Leeuwarder Courant, 7 desimber 2012,
Reboelje (2).

12 Pieter Duijff, Frits van der Kuijp & Anne Dykstra, 18 jannewaris 2013,
Advys regeloanpassing Fryske stavering.

16 Atze Jan de Vries, Leeuwarder Courant, 14 febrewaris 2013,
Aanpassing spelling Fries voor woordenlijst.

17 Anne Dykstra, Friesch Dagblad, 13 maart 2013,
It ferlet fan in heldere Fryske stavering.

18 Provinsjale Steaten, dokumint 10B by gearkomste fan 24 april 2013,
Wiziging staveringsregeling Frysk om te kommen ta in standertwurdlist foar it Frysk.

24 Provinsjale Steaten,
Konsept-beslutelist PS gearkomste 24 april 2013 (beslút 10B).

25 It Nijs, 25 april 2013,
Provinsjale Steaten wizigje Fryske stavering.

27 Abe de Vries, weblog Seedyksterfeartfisk, 25 april 2013,
Staveringsellinde: wêrom?

29 André Looijenga, Neder-L, 27 april 2013,
Een nieuwe spelling voor 'droog', 'eeuw' en 'televisie'?

31 Abe de Vries, weblog Seedyksterfeartfisk, 27 april 2013,
Fryske Akademy plent leksikografyske genoside.

32 Abe de Vries, weblog Seedyksterfeartfisk, 27 april 2013,
Achtenearre hear Henno Brand (iepen brief oan direkteur Fryske Akademy).

33 Henk Wolf, It Nijs, 27 april 2013,
Hâld op mei dy Standertwurdlist!

35 Omrop Fryslân, 28 april 2013,
Feroarings yn Fryske stavering.

36 Omrop Fryslân Radio, 28 april 2013,

transkript fan radioynterview mei Anne Dykstra.

38 Ferdinand de Jong, weblog Stikelstekker, 29 april 2013,
Beropsfriezen ride benz.

39 Koos Tiemersma, weblog Froonakker, 29 april 2013,
Klink dan en staverje.

41 André Looijenga, weblog Frysk Deiblôch, 29 april 2013,
Totalitêre taalbazen?

42 Daam de Vries, Ensafh, 30 april 2013,
Nûging fan de iuw.

44 It Nijs, 30 april 2013,
Afûk-direkteur foar staveringswiziging.

45 Abe de Vries, weblog Seedyksterfeartfisk, 30 april 2013,
Moarn yn it Friesch Dagblad: Earme geveltjeprovinsje

46 Abe de Vries, Friesch Dagblad, 1 maaie 2013,
Earme geveltsjeprovinsje.

47 Ferskate profesjonele taalbrûkers, 1 maaie 2013 (yn Leeuwarder Courant op 3 maaie),
Iepen brief oan Provinsjale Steaten

48 Anne Dijkstra, Friesch Dagblad, 2 maaie 2013,
Wêrom 'droech' tenei as 'drûch' skreaun wurdt.

50 Eelke Lok, weblog Eelkesweblok, 3 maaie 2013,
kollum 'It each fan Eelke'.

51 It Nijs, 4 maaie 2013,
Tanimmende ûnfrede oer staveringswiziging.

52 Abe de Vries, Friesch Dagblad, 4 maaie 2013,
De standertwurdlist is in ramp foar it Frysk.

54 André Looijenga, Leeuwarder Courant, 4 maaie 2013,
Steaten, bliuw fan ús wurdbyld ôf!

56 Henk Wolf, De Moanne, 7 maaie 2013,
Nieuwe Friese spelling, een gûd idee?

58 Pieter Breuker, Leeuwarder Courant, 7 maaie 2013,
Steaten, jou it Frysk de romte/rûmte. (mei reaksjes fan studinten Frysk fia skanomodu.nl)

61 Hans Veenstra, Jouster Courant, 8 maaie 2013,
Spinsels: skrjoo mar Friesk.

62 Anne Tjerk Popkema, Leeuwarder Courant, 10 maaie 2013,
Opiny.

60 Pieter de Groot, Leeuwarder Courant, 10 maaie 2013,
Lette aksje.

64 Pier Bergsma, Friesch Dagblad, 10 maaie 2013,
Blijf van de spelling af.

65 Willem Bosma, Leeuwarder Courant, 11 maaie 2013,
Nieuw standaardfries oogst storm van kritiek.

66 Koop C. Scholten, Leeuwarder Courant, 14 maaie 2013,
Standert en stavering.

67 A.IJ. van den Berg, boeklog, 15 maaie 2013,
Taal yn Fryslân; Op 'e nij besjoen.

71 Pieter Breuker, De Moanne, 16 maaie 2013 (justjes oanpast op 20 maaie);
List mei standertwurdfoarmen is per definysje in gaos.

72 Ulfert de Jong, Leeuwarder Courant, 16 maaie 2013,
Wêrom Frysk feroarje?

73 Leeuwarder Courant, 17 maaie 2013,
Oproep af te zien van wijziging spelling Fries.

74 Omrop Fryslân, 17 maaie 2013,
Wjerstân tsjin nije stavering

75 Omrop Fryslân Radio, 17 maaie 2013,
transkript fan radioynterview mei Jannewietske de Vries.

77 Abe de Vries, weblog Seedyksterfeartfisk, 17 maaie 2013,
De parse stjert, de macht wurdt machtiger.
(Op 22 maaie ek ferskynd yn it Friesch Dagblad)

78 Koos Tiemersma, Leeuwarder Courant, 18 maaie 2013,
Klink dan en staverje.

79 Hylke Speerstra, Leeuwarder Courant, 18 maaie 2013,
Standertwurdlist sinleas gepruts.

80 Eric Hoekstra, weblog erichoekstra.blogspot.nl, 18 maaie 2013,
Spellrelluhhhhh! (mei reaksje Pieter Breuker fia Ensafh)

82 Henk Wolf, henkwolf.nl, 19 maaie 2013,
Hoe zit het nu precies met die Friese spelling?

87 Eeltsje Hettinga, weblog eeltsjehettinga.nl, 22 maaie 2013,
It staverkadaver - "It is gjin polityk, blinders" diel 2.

88 Bouke Slofstra, De Moanne, 23 maaie 2013,
Stavering, taalwittenskip en automatisearring.

90 Leeuwarder Courant, 24 maaie 2013,
Protestverbod voor personeel Akademy.

91 Pieter de Groot, Leeuwarder Courant, 24 maaie 2013,
Kompromis.

92 Skanomodu, Bernlef, Federaasje fan Fryske studinten, 26 maaie 2013,
brief oan Jannewietske de Vries.

94 Pieter Breuker, Leeuwarder Courant, 26 maaie 2013,
It Fryske griene boekje.

95 Henk Wolf, stjoerd oan Jannewietske de Vries en ferskate Steateleden, 27 maaie 2013,
Academische vrijheid.

96 Pieter Breuker, artikel tastjoerd oan de Steatefraksjes, 28 maaie 2013,
Bûten it boekje. De standertwurdlist fan de FA en de provinsje.

98 Abe de Vries, Friesch Dagblad, 29 maaie 2013,
Wêr bliuwe de Steaten?

99 Skriuwersboun, fia www.skriuwersboun.nl, 30 maaie 2013,
Diskusjejûn staveringsferoaring.

100 Piet Bult, Leeuwarder Courant, 30 maaie 2013,
Taalpolitie leidt tot aftakeling taal.

101 Leeuwarder Courant, 31 maaie 2013,
Jonge Friezen willen debat over spelling.

102 Geart Tigchelaar, Ensafh., 3 juny 2013,
Kom mar op mei dy standert! (mei ferskate reaksjes)

108 Liuwe H. Westra, Friesch Dagblad, 5 juny 2013,
Fan bleke mantsjes en misse setten.

111 Feie Fonyk (=Pier Bergsma), De Swingel (te ferskinen),
Steaten! Hannen ôf fan de stavering!

112 Onze Taal, juny 2013,
Ophef over Friese spelling.

113 Geart Tigchelaar, Leeuwarder Courant, 5 juny 2013,
Kom mar op mei dy standert.

114 Parseberjocht + oprop fan goed hûndert Friezen
oan Provinsjale Steaten, 5 juny 2013.

120 Omrop Fryslân, 6 juny 20113,
Fryske stavering net feroarje.

121 Abe de Vries, Friesch Dagblad, 5 juny 2013,
De Echte Fryske Skriuwtaal.

122 Liwwadders.nl, 6 juny 2013,
Hanno Brand (Fryske Akademy): discussie maakt de Friese taal sterker. (mei reaksjes)

124 It Nijs, 7 juny 2013,
cartoon.

125 Eelke Lok, weblog Eelkesweblok, 7 juny 2013,
kollum 'It each fan Eelke'

126 Omrop Fryslân Radio, 7 juny 2013,
transkript fan radioynterview mei Henk Wolf.

129 Omrop Fryslân Radio, 7 juny 2013,
transkript fan radioynterview mei Hein-Jaap Hilarides.

132 Pieter Breuker, omparter diskusjejûn Skriuwersboun, Ljouwert, 7 juny 2013,
Beswierren tsjin standerdisearring.

133 Henk Wolf, omparter diskusjejûn Skriuwersboun, Ljouwert, 7 juny 2013,
Nije stavering: goed idee!

134 Omrop Fryslân, 7 juny 2013,
Wer nei Fryske stavering sjen.

134 Asing Walthaus, Leeuwarder Courant, 8 juny 2013,
Skriuwers easkje staveringspetear.

135 Ferdinand de Jong, weblog Stikelstekker, 8 juny 2013,
'Oer jins skaad hinne stappe' haha!

136 Asing Walthaus, Leeuwarder Courant, 10 juny 2013,
Friese tijger.

137 It Nijs, 11 juny 2013,
Staveringsnijs fan de provinsje.

138 Skriuwersboun, 18 juny 2013,
Parseberjocht nei oanlieding fan de diskusjejûn 7 juny 2013.

139 Abe de Vries, Friesch Dagblad, 19 juny 2013,
Sssst.... de Akademy stiet faai.

140 Henk Wolf, Friesch Dagblad, 20 juny 2013,
Ook Zwitsers keerden zich tegen spellingseisen. (titel betocht troch redaksje)

142 Provinsje Fryslân, parseberjocht, 22 juny 2013,
28-06-13 Iepenbiere jûn oer stavering en standertwurdlist. (û.o. fia Ensafh.nl)

143 Daam de Vries, weblog webdok.nl, 22 juny 2013,
It giet oan.

144 Geart Tigchelaar, Ensafh, 24 juny 2013,
Beswieren tsjin de beswieren. (mei reaksjes)

160 Rob Faltin, De Moanne, 24 juny 2013,
Op ûndersyk út! (mei reaksje Henk Wolf)

161 Eelke Lok, weblog Eelkesweblok, 25 juny 2013,
kollum 'It each fan Eelke'.

162 Douwe Kootstra, Leeuwarder Courant, 25 juny 2013,
Bange statenleden totaal onzichtbaar.

163 Fryske Akademy, net publisearre, juny 2013,
De stavering en standerdisearring fan it Frysk.

166 André Looijenga, Ensafh, 29 juny 2013,
"Staveringshifker kin earst ek wol sûnder nije stavering". Jûn oer stavering en standertwurdlist, 28 juny 2013.

168 Ferdinand de Jong, weblog Stikelstekker, 29 juny 2013,
BREKKEND: Staveringshifker yn oktober klear.

169 Pieter Breuker, Ensafh, 29 juny 2013,
Wêrom't dy Fryske standertwurdlist sa'n ûntrochtocht en dus min idee is.

176 Omrop Fryslân, 29 juny 2013,
Mear tiid feroarings Frysk.

177 Cornelis van der Wal, Ensafh, 29 juny 2013,
cartoon.

178 Daam de Vries, weblog weblok.nl, 29 juny 2013,
In tiidpaad graach. En jild.

180 Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 29 juny 2013,
Niets definitief beslist over Friese spelling.

181 Willem Winters, Ensafh., 2 july 2013,
'Ik zullen wel gek wezen'.

182 Johannes Beers, weblog johannesbeers.weebly.com, 7 july 2013,
Net foar de pûs..... (mei reaksjes Pieter Breuker en Henk Wolf)

185 Ferslach staveringsoerlizzen 25 novimber, 13 jannewaris en 3 febrewaris 2013-2014 (ferslach troch Harmen Akerboom)

196 Henk Wolf, 3 febrewaris 2014, *De Standertwurdlist. Myn besykjen om troch gearfettingen en fragen mear ynhâld te jaan oan de diskusje oer de foarm fan de Standertwurdlist en de plende staveringswizigingen.* (foarlein oan de Fryske Akademy en de provinsje)

215 Reaksje Fryske Akademy op de beswieren tsjin in Wurdlist Frysk en tsjin in útstel ta staveringsoanpassing, 7 april 2014.

231 Amtlike reaksje fan de provinsje Fryslân op de staveringsnotysje fan Henk Wolf fan 3 febrewaris 2014 (datearre 17 febrewaris, ferstjoer op 7 april 2014).

236 Henk Wolf, reaksje op de reaksje fan de Fryske Akademy en de provinsje, 8 april 2014.

238 Henk Wolf, Lexicon/Leksikon, brosjuere VDHG, 2014,
Fryske staveringsreboelje.

240 Omrop Fryslân, 7 oktober 2014,
Taalweb yn oanpaste stavering.

241 Friesch Dagblad, 8 oktober 2014,
Fryske spellingchecker is eind van dit jaar online.

242 It Nijs, 8 oktober 2014,
Provinsje wol nije stavering trochsette. (mei reaksjes)

243 Henk Wolf, It Nijs, 9 oktober 2014,
Douwe Kootstra oer de Fryske stavering. (mei reaksjes)

254 Lambert Teuwissen, Nos.nl, 12 oktober 2014,
Spellingcheck in het Fries.

256 Eeltsje Hettinga, webloch eeltsjehettinga.nl, 13 oktober 2014,
It dôve ear fan Hanno Brand en de Fryske Akademy.

Pûs of poes?

‘De pûs en it spûk diene elk in skûch út.’ Mooglik sjogge jo dat der trije flaters yn dit sintsje sitte: pûs is dochs poes, spûk moat spoek wêze, en skûch heart dochs skreaun te wurden as skoech? Alle trije wurden lykje ferkeard stavere te wêzen, mar dochs binne se neffens de besteande regels goed opskreaun! Mar, hawwe jo it dan ferkeard leard? Steane der flaters yn de Fryske lear-, lês- en wurdboeken?

It giet by de neamde wurden om de klank /û/ dy't yn it Nederlânsk mei ‘oe’ skreaun wurdt (soep) en yn it Frysk mei ‘oe’ of ‘û’ (boek, koeke, pûde, hûs). It is yn it Frysk wat dreger mei de klank /û/ as yn it Nederlânsk, want de /û/ kin koart (pûde, droech) of lang (hûs, koeke) wêze. It Nederlânsk hat allinnich mar in koarte /û/ (koek, schroef).

Yn 1879 is de Fryske stavering fêststeld. Wurden mei it /û/-lûd moasten soms mei ou (joun) skreaun wurde, mar it meast waard de /û/-klank mei û of oe skreaun. Wannear hie men de oe of û te brûken? Wie it mûs of moes, fûst of foest? Om dat fêst te stellen moast bgl. nei it Nederlânsk of Stedfrysk sjoen wurde. Wie it yn dy talen in ui (muis) of ú (mús), dan wie it yn it Frysk û (mûs). Hie ien fan beide talen in oo of oe, dan krige it Fryske wurd in oe (Nederlânsk: kogel, Frysk: koegel). In rare regel, want lang net elk kin Stedfrysk. En wat te dwaan mei wurden as stûf en lûke dy't net (mear) yn it Nederlânsk foarkomme of nea yn dy taal bestien hawwe? De regel wie dus net dúdlik.

Yn 1945 waard de stavering wizige en moast dy ûndúdlikheid oer de skriuwwize fan it /û/-lûd weinommen wurde. It foarstel wie om foar de /û/ tenei altyd it teken û te brûken: pûs, drûch, bûk, hûke. Mar dan soe it wurdbyld foar elk dy't wend wie om boek, poes en hoeke te lêzen of te skriuwen tefolle feroarje. Dêrom waard ôfpraat om hast alle /û/-wurden mei in û te skriuwen, mar wurden dy't yn it Aldfrysk útsprutsen waarden mei in lange /oo/ en yn ús moderne Frysk mei in /û/, dy moasten yn de ‘nije’ stavering mei in oe skreaun wurde. Boek, boef en broek (Aldfrysk ‘book’, ‘boof’, ‘brook’) holden dêrom de oe-stavering. Mar poes en skoech hearre sûnt 1945 as mei û skreaun te wurden, want yn it Aldfrysk bestienen ‘poos’ en ‘skooch’ net.

Dizze staveringsregel is likegoed dreech, want wat witte skoalbern, amtners of sjoernalisten en elk dy't Frysk skriuwt fan it Aldfrysk? Neat (en dat hoecht ek net). De regel jout blykber safolle swierrichheden dat gjinien him der oan hâldt. Elk skriuwt poes, skoech en spoek, en sa stiet it ek yn de lear- lês- en wurdboeken. De fraach is no: moat de regel dochs tapast wurde? Dan moatte alle boeken oanpast wurde. Of moatte wy de stavering wizigje en de besteande praktyk yn in regel opnimme? Sis it mar ...

(Friesch Dagblad 23-6-2012)

Geplaatst door Hindrik Sijens op 6/23/2012 06:00:00 AM

Moai sa litte

Abe de Vries

Al sûnt de simmer rommelet it yn de weake terp dêr't de offisjele stavering fan it Frysk op boud is. It skriuwersfolk dat syn ear te lústerjen leit, heart in lûd dat tsjutte kinne soe op in taalbeving op kommendewei. Mar foar itselde is it praat om 'e nocht, dêr't fierder gjin bloed fan komme sil.

Wat wol it gefal? In kommisje fan de Fryske Akademy is dwaande mei it gearstallen fan it Fryske 'groene boekje', sis mar in wurdlist dy't de korrekte stavering oanjout. It nut fan sokke boekjes ha ik noait begrepen, ommers, wy ha in wurdboek. En as guon wurden yn dat boek net kloppe, dan feroarje jo se. Mar om't wy yn Fryslân fine dat ús taal pas in échte taal is as wy it Nederlânsk neidogge, en dat hat ommers in 'groen boekje', dêrom moatte wy der ek ien.

Mar dan begjinne de problemen. Want de staveringsregels fan it Frysk binne net op alle punten like dúdlik werom te fieren op in logyske systematyk. Sa't Hindrik Sijens fan de Fryske Akademy yn dizze krante al skreaun hat (Wurden, 23 juny 2012) is it bygelyks in binde mei it –u lûd yn it Frysk. Wannear is it –u, -ú, -oe of –û? Dy't gjin baas kenner fan de etymology of it Stedfrysk of it Aldfrysk is, komt der net út.

Yn 'e praktyk hâlde wy ús ek net altyd oan wat sokke kommisjes graach sjogge. Neffens in klupke gelearden yn 1945 soe men skriuwe moatte: 'De pûs en it spûk diene elk in skûch út'. Net in minske dy't dat docht. It is: 'De poes en it spoek diene elk in skoech út.' De fraach dêr't de nijste kommisje foar stiet, is oft de –û en –oe regel út 1945 no wer op 'e nij fêststeld wurde moat. En moatte de lesboekjes fan de Afûk dan oanpast? Provinsjale Steaten ha it foech om dat te besluten.

It liket my gjin goed plan ta. Dat in stavering net folslein basearre wurdt op konsekwinte regels, wêrom is dat slim? Taalbrûkers binne prima by steat en werken útsûnderingen. En dy't in taal leare wol, wit dat er sa út en troch in rychje útsûnderingen deryn stampe moat. Frysk grien boekje of net, de Afûk moat syn lesboekjes mar moai sa litte.

Leeuwarder Courant, 7-12-2012

Poes of pûs, skoech of skûch. Op Facebook wurdt wakker hottefile oer de standertwurdlist dêr't de Fryske Akademy oan wurket. Wat stiet de Frysk-skriuwer te wachtsjen?

Polderje mei Fryske stavering

Anne Dykstra: „Eins is it in non-issue." FOTO LC/JAN DE VRIES

De software foar it taalweb is klear

SIETSE DE VRIES

Op fersyk fan de provinsje wurdt by de Fryske Akademy wurke oan de Standertwurdlist Frysk, de Fryske wjergader fan it Nederlânske Groene boekje. By it opstellen fan dy Standertwurdlist staten meiwurkers fan de Fryske Akademy it ôfrûne jier op in oantal ynkonsekwinsjes yn de stavering fan it Frysk. Elkenien skriuwt tsjintwurdich 'koekeloere', 'koepel', 'poep' en 'oe heden', - en sa stiet it ek yn de wurdboeken - mar neffens de jildende staveringsregels soe dat eins 'kûkeloere, 'kûpel', 'pûp' en 'û heden' wêze moatte. Der binne mear fan sokke ynkonsekwinsjes dêr't by it meitsjen fan de Standertwurdlist in oplossing foar fûn wurde moat.

Dy Standertwurdlist is neffens leksikograaf Anne Dykstra in ûnderdiel fan wat folle grutters dêr't de brûkers fan it Frysk in soad wille fan ha kinne yn 'e takomst. Yn 'e mande mei syn kollega's Frits van der Kuip, Pieter Duijff en Hindrik Sijens fan de Fryske Akademy wurket er oan in taalweb foar it Frysk, dat yn oktober takom jier online en fergees beskikber komme moat.

De Standertwurdlist mei dan de basis fan dat taalweb foarmje, as it der op oankomt is dy dêr mar in lyts ûnderdiel fan. De oare ynstruminten op dat web binne in staveringshifker, in automatyske oersetter en in wurdboekportaal mei de wurdboeken fan de Fryske Akademy. De staveringshifker komt ek as plugin foar Word foar Windows beskikber. Minsken dy't Word net brûke, of in oar bestjoeringssysteem as Windows brûke, kinne aanst foar it earst har Fryske teksten ek op 'e stavering hifkje litte.

Njonkenfoarm

De nije staveringshifker bledt aanst aardich mear mooglikheden as de âlde. Anne Dykstra pakt thûs yn de hûskeamer yn Akkrum de laptop derby en tikket it sintsje „Hy ston sich te skearen". De staveringshifker jout oan dat der wat mei de wurden 'ston' en 'sich' is. 'Ston', sa jout de hifker oan, falt ûnder de kategory 'njonkenfoarm'. It is mei oare wurden in dialektyske farlant. As mooglike ferfangers wurde 'stean', 'stie' en 'stiet' neamd. It is oan it taalkundich ynsjoch fan de brûker om fêst te stellen dat 'stie' yn dit gefal it standert alternatyf is foar 'ston'.

'Sich' falt neffens de staveringshifker ûnder de kategory 'hollanisme'. Yn it plak dêrfan wurdt 'har' 'harren' of 'him' oanrikkemandearre. In Fries mei in trochsneed taalkundich en anatomysk besef sil sûnder al te folle problemen 'him' as de iennichste goede oplossing oanwize.

> 'Elkenien skriuwt tsjintwurdich koekeloere'

In oar ûnderdiel fan it taalweb aanst is de automatyske oersetter. Elkenien dy't Google Translate wolris brûkt, wit dat automatysk oersetten syn beheiningen hat, soms ta de meast ferrassende resultaten liedt. Dykstra is him dêr bewust fan. „Sa'n oersetprogramma is basearre op in parallel korpus yn it Frysk en it Nederlânsk. Dêr komt gjin taalkunde oan te pas, de oersettingen binne in kwestje fan statistyk. Wat grutter it korpus, wat heger de kwaliteit fan de oersetting. It probleem mei it Nederlânsk en it Frysk is dat der - ferlike mei de grutte talen - net safolle parallelle teksten binne. Likegoed bin ik no al hiel tefreden mei de oersetresultaten. De kwaliteit fan 'e automatyske oersetter sil allinne noch mar ferbetterje, mei't wy hieltyd wer nije teksten tafoegje."

It moaie fan it taalweb is neffens Dykstra dat sa'n automatyske oersetting noch wer ris troch de staveringshifker helle wurde kin. En foar wurden dy't net oerset binne om 't se net yn it korpus steane, kin de brûker terjochte in it wurdboekportaal. Dykstra wilst der fierder noch op dat immen dy't in stik wat riker fan taal meitsje wol, mei help fan dat wurdboekportaal ek op syk kin nei synonimen. „Wy tinke dat wy de minsken dy't Frysk skriuwe wolle mei it taalweb in moai ein op gleed helpe kinne."

Software

De software foar it taalweb is klear, it is no kwestje fan it laden fan alle materiaal. Mar ear 't dat laden ta in goed ein brocht wurde kin, moat der earst in Standertwurdlist wêze: in list dy't fan 'alle' Fryske wurden oanjout hoe 't se stavere wurde moatte. By it gearstallen fan dy list rûnen Dykstra en syn kollega's der - lykas sein - tsjinoan dat de regels dêr 't de stavering op dit stuit op basearre is, wolris ynkonsekwint binne.

Hindrik Sijens hat dêr fan 't simmer op it Frysk Filologekongres fan de Fryske Akademy in ynlieding oer holden. Hy neamde it foarbyld fan de klank 'û' of 'oe'. Neffens de saneamde Selskipsstavering ût 1879 waard 'û' stavere op plakken dêr 't it Nederlânsk in 'ui' en it Stedsfrysk in 'û' hiene (mûs) en 'oe' as dy beide oare talen 'oo' of 'oe' hiene. Sadwaande soe 'kogel' yn it Frysk skreaun wurde moatte as 'koegel'. „In rare regel", neffens Hindrik Sijens, want lang net elkenien kin Stedsfrysk. „En wat te dwaan mei wurden as 'stûf' en 'lûke' dy't net mear yn it Nederlânsk foarkomme of nea yn dy taal bestien hawwe?"

By de staveringswiziging fan 1945 waard besletten om dyselde klank tenei standert as 'û' te staverjen. In útsûndering waard makke foar wurden dy 't yn it Aldfrysk mei 'oo' skreaun waarden. Sa koe it dat boek, boef en broek (Aldfrysk book, boof en brook) de 'oe' behâlden. Wurden as 'poes' en 'skoech' moasten tenei as 'pûs' en 'skûch' skreaun wurde, want dêr binne gjin Aldfryske foarmen fan bekend. Itselde jildt foar kûpel, kûkeloere, smûl en trûf.

Echt in ferbettering wie it neffens Anne Dykstra net. De regels waarden oanpast om 't lang net elkenien it Stedsfrysk koe, mar hoefolle minsken sille witte hoe 't boek en boef yn it Aldfrysk skreaun waarden? Yn 'e praktyk binne net alle wizigingen fan 1945 oernommen troch útjouwers en wurdboekmakkers. Echt problemen joech dat net, mar no 't der foar it earst yn 'e skiednis fan it Frysk in Standertwurdlist op basis fan besteande staveringsregels makke wurde moat, sille der knopen trochhakt wurde moatte. De Fryske Akademy hat in ynventarisaasje fan alle ynkonsekwinsjes makke.

Ynkonsekwint

Anne Dykstra: „Wy hawwe fêststeld wêr 't it stomprint en dêr oplossingen foar oandroegen. De kar is oan de provinsje." Dat lêste jildt nammers allinne foar de algemiene staveringsregels. Dêr giet Provinsjale Steaten oer. Oer de stavering fan frjemde wurden yn it Frysk giet Deputearre Steaten. De ferdieling fan it foech oer de stavering is mei oare wurden like ynkonsekwint as de stavering sels.

Anne Dykstra tilt sels net sa swier oan 'e stavering, net oan stavering yn it algemien en net oan dy fan it Frysk. „Eins is it in non-issue. Der binne minsken foar wa 't de stavering fol sit mei emoasje, soms fanwegen de bining mei it Aldfrysk, soms fanwegen it bewende wurdbyld. Mar yn wêzen is stavering neat oars as in oantal regels dy 't wy mei elkoar ôfpraat hawwe om elkoars tekst begripe te kinnen. Dy stavering moat net te yngewikkeld, dy moat te learen wêze sûnder kennis fan eardere staveringen en ek troch taallearders dy 't noch gjin Frysk wurdbyld ha. Us doel is om de wei nei in sa konsekwint mooglike stavering te wizen en tagelyk om sa min mooglik oer-al te heljen. Polderje dus, mar ek yn in poldermodel feroarje dingen."

LEEUWARDER COURANT
23 november 2012, pag. 6

dwers

pieterdegroot

Rebûlje

'Ik kin net oer gedónder / mar ik kin dur noch minder sónder'. Mei dat 'fes 73', skreaun om 1970 hinne, typearre Trinus Riemersma ek it hiele Fryske skriuwerswrâldsje fan dy dagen, dat fan reboeljes oaninoar hong. Wat wie der in trelit om de stavering! De kwestje wie: alles by it âlde hâlde of ferienfâldigje, de fonetyske kant út, sadat it makliker te skriuwen en oan te learen wie. Trinus wie fan dy lêste rjochting en fierde yn syn wurk alfêst syn eigen stavering troch. Dat 'tradisjonele' lêzers him doe wegeren te lêzen, dearde him net. De Koperative Utjowerij (KU), yn 1970 troch in tal befreone

Sjutsjemuoi riert wer yn de stavering om

skriuwers oprjochte om it útjaan fan har boeken yn eigen hân te nimmen, om't de kommersjele útjouwers it wat langer wat mear sitte lieten, stipe syn ôfwikende skriuwwize.

Jo Smit, yn 1969 de earste foarsitter fan it Skriuwersboun, wie in fûle tsjinstanner fan de 'sjutsjemuoistavering'. Sa hie de kwestje ek syn wjerslach op de skriuwerskonferinsjes, dy't sûnt 1964 twaris yn 't jier hâlden waarden yn it Woodbrookershûs te Koartehimmen. Op dy wykeinen kaam de nije garde faak mei nije ideeën. Tink oan de paperback- of Kikkertrige, in útstel fan Teije Brattinga, en oan de dichterstelefoan Operaesje Fers, yn praktyk brocht troch Meindert Bylsma, Josse de Haan en Geart van der Zwaag. Doe't it yn har eagen konservative Skriuwersboun yn '69 de skriuwerswykeinen op 'e noed krige, kamen dy lettere KU-mannen net mear 'op Koartehimmen'.

De staveringsreboelje hie ek gefolgen foar de Sutelaksje, yn 1972 in inisjatyf fan it Skriuwersboun. De KU, dy't har eigen aksje hâlde , die der net oan mei. It hat noch jierren duorre ear't de frede tekene waard. It kompromisútstel fan D.A. Tamminga, dat de steaten yn 1980 mei mearderheid fan stimmen oannamen, wie lang net elkenien nei 't sin fansels. Mar it beslút joech dúdlikheid: de Fryske Akademy koe oan 'e slach mei de nije hânwurdboeken.

No't de steaten de Akademy opdroegen hawwe om mei in Fryske wjergader fan it 'Groene boekje' te kommen, driget de kwestje de kop wer op te stekken. De akademisy wolle op har manier wer ferienfâldigje en û.o. oe ferfange troch û. Der binne twa útsûnderingen: as yn it ABN ek oe stavere wurdt, bliuwt it oe, en lyksa, as de doetiid fan in tiidwurd ek oe hat (joech). In nij skisma driget. Ik wurd ynwindich pûr op sokke sûrtûten en soe sizze: stjûr net oan op rebûlje en meitsje dien wurk, leaver hjûd as moarn.

> pieterjan.de.groot@lc.nl

LEEUWARDER COURANT
07 december 2012, pag. 6

dwers

pieterdegroot

Reboelje (2)

De diskusje oer de oe dy't yn guon gefallen û wurde moat en yn oare gefallen wer net, wie oanlieding en helje hjir (Dwers 23-11) de staveringsreboelje út de jierren sechstich oan, dy't it Fryske wrâldsje yn twa kampen ferdielde. It Skriuwersboun, oprjochte op 22 maart 1969, hie by de staveringsfernijers fan doe de namme fan in konservatyf bolwurk. It ferset tsjin de saneamde proefstavering, dêr't de basisskoallen alfêst mei oefenje soene, waard breed droegen troch wat Tony Feitsma 'it establishment' neamde. Dat 'establishment' soe oan de langste ein lûke. Fan de fiergeande ferienfâldiging kaam neat oan 'e hispel. De steaten fregen Akademy-taalwarder en dichter Douwe Tamminga - fan it ferspijde establishment – om advys en namen yn 1976 syn kompromis- útstel oan.

It wie oars net sa dat de avantgarde fan doetiidse eksperimintelen en literatuerfernijers ienrie-

Josse hie neat mei de

stavering fan Trinus

dich dy fonologyske stavering omearme. „Ik hie neat mei dy nije stavering fan Trinus", lit Josse de Haan witte. „Myn berneboek De Moskeflappers kaam út yn de gewoane. Dat fûn frou Rienks heel apart, se tocht dat ik ek sa'n strider wie.

Der wie yn dy snuorje 1969-'70 wol wat oars oan 'e hân, dat makke dat de fernijers foar it establishment oer kamen te stean: de demokratisearring fan de ynstitúsjes, dy't yn Nederlân yn 1969 mei de Maagdenhuisbesetting begûn wie. Dêr moast Fryslân fansels ek oan leauwe. Tsjin it 'ynslepte' Koartehimmenwykein oer organisearre Operaesje Fers yn novimber fan 1969 in alternative happening yn de doe noch fierhinne lege en stienkâlde pleats De Izeren Kou fan Yde Schakel te Allingawier. „De petearen wiene deeglik", tekene de LC-ferslachjouwer op út de mûle fan drs. G. Abma. „Der is oardel oere praat oer de technyk fan it skriuwen en dichtsjen. Dat is mear as yn al dy jierren op Koartehimmen."

Gerben Abma wie de foaroanman fan de Wurkgroep Kultuer Fryslân, dy't oanstie op demokratisearring. It Skriuwersboun stelde spesjaal foar him de Oardelsintspriis yn, ornearre foar de meast begrutlike prestaasje fan it jier. Wat dy alternative happening yn Allingawier oanbelanget, is it by dy iene kear bleaun. Yn 1970 naam it Skriuwersboun wer de foarstap ta in ferfolch yn Koartehimmen, dêr't ek Josse de Haan kaam: „Fierder haw ik alle wykeinen meimakke."

> pieterjan.de.groot@lc.nl

Advys regeloanpassing Fryske stavering
Pieter Duijff, Frits van der Kuip & Anne Dykstra - 18 jannewaris 2013 Fryske Akademy

1. Foarôf (Anne Dykstra)

De Provinsje hat de Fryske Akademy (FA) frege om, en dat is foar it earst yn de skiednis fan it Frysk, in Standertwurdlist Frysk gear te stallen. De Standertwurdlist soe ferlykber wêze moatte mei it Groene boekje foar it Nederlânsk. It is dêrom net om 'e nocht dat de namme Standertwurdlist Frysk keazen is foar de Fryske wjergader fan it Groene boekje. Dy namme jout dúdlik oan dat der yn de wurdlist útgien wurdt fan in beskate standert, en dat is presys dêrt de Provinsje om freget.

De FA is bliid mei it inisjatyf fan 'e Provinsje ta in offisjele Standertwurdlist. De FA is fan betinken dat sa'n ûndûbelsinnige wurdlist de drompel om Frysk te skriuwen leger meitsje sil. Nimmen hoecht him by it Fryskskriuwen mear ôf te freegjen oft wat er skriuwt wol geef Frysk is. Om't de nije standert oan oerheidspersoniel yn Fryslân foarskreaun wurdt, sille alle offisjele stikken en brieven ienheid fan taal sjen litte. Foar minsken dy't it Fryskskriuwen leare wolle, jout in dúdlike standert hâldfêst en moed om troch te setten. Learlingen en studinten hâlde ek fan dy dúdlikheid. Dy hearre net graach dat rûmte goed is, mar dat romte ek wol kin. Fertel my wat ik brûke moat, en net wat allegear ek noch kin. Fan belang is wol om foar eagen te hâlden dat de term standert gjin wearde-oardiel ynhâldt. Romte is út soarte ek goed Frysk, wy prate allinne ôf dat wy rûmte foar kar nimme as standert. In Standertwurdlist is dêrmei oars net as in foar elkenien maklike en nuttige ôfspraak. Bûten it offisjele ferkear en it ûnderwiis hat elk it frij om fan 'e standert ôf te wiken. De ferwachting is lykwols dat gâns lju foar de feilichheid en de struktuer fan 'e Standertwurdlist kieze sille. Sa sil dy list ek in taalbefoarderjende funksje hawwe.

Om ta in Standertwurdlist te kommen, sil, en dat liket in iepen doar, earst in standert fêststeld wurde moatte. Der sil dus in kar makke wurde moatte út de farianten dy't yn 'e ûnderskate Fryske dialekten foarkomme, is it rûmte of romte? Foar guon lju dy't it dialektferskaat heech ha sil de iepen doar dêr faaks tichtgean. It hiele idee fan in Standertwurdlist hâldt ommers yn dat der keazen wurde moat. It dialektferskaat sil lykwols gewoan bestean bliuwe. Allinne op skrift sil der in standert ûntstean. It is oars in skaaimerk fan in standert dat er benammen foar skreaune taal jildt. Wat dat oanbelanget ferskilt de situaasje yn Fryslân net sa fan dy yn Nederlân.

Dêrnjonken sil de Standertwurdlist alle wurden yn 'e goede stavering oanbiede moatte. Ek dat liket in iepen doar, wy ha ommers in staveringsregeling. Pas dy goed ta, en klear. De wurklikheid is oars. By it tarieden fan 'e Standertwurdlist die bliken dat de besteande, troch de Provinsje fêststelde, regeling foar de stavering net folslein en konsistint is. Dat wie in tebeksetter, mar wy kinne it ek positiver besjen. Mei it inisjatyf fan 'e Provinsje ta in Standertwurdlist binne wy mei-inoar yn de posysje om de stavering fan it Frysk einlik in kear goed te regeljen. It is ek hjir wer goed om te betinken dat in stavering oars neat is as in rige ôfspraken oer hoe't wy sprutsen taal op skrift werjouwe. At dy ôfspraken by sawol de skriuwer as de lêzer dúdlik binne, dan makket dat flotte en effisjinte kommunikaasje in ein makliker.

De staveringregels foar it Frysk binne foar it earst yn 1879 fêststeld en yn 1945 wizige. Yn 1980 is de saneamde 'Steatestavering' fêststeld (troch Provinsjale Steaten) en yn 1982 is de stavering fan frjemde wurden fêststeld troch Deputearre steaten. Fan in folsleine, by de tiid brochte regeling is lykwols nea wat kommen. Foar in part leit dêr ek de oarsaak fan de problemen dêr't de FA no tsjinoan rûn is. It ûntbrekken fan in folsleine en konsistinte staveringsregeling keart it opstellen fan in Standertwurdlist op. Sûnder in konsistinte stavering kin net in konsistinte wurdlist opsteld wurde. De FA stelt dêrom út dat de foechhawwer op it stik fan 'e Fryske stavering de regels op 'e nij fêststelt fóar it ferskinen fan de Standertwurdlist Frysk. Dêrby soe it gean moatte om ien beregeling foar de Frysk-eigene en de frjemde wurden, sadat de betizing dy't beide ôfsûnderlike regelingen meibringe, ferdwynt. Omdat mei guon besteande regels of regelwizigingen net goed te wurkjen is en der yn de praktyk ek net mei wurke is, stelt de Fryske Akademy ek út om de besteande regeljouwing hjir en dêr te feroarjen. It útgongspunt dêrby is, dat der sa min mooglik fan de besteande staveringsregels en -praktyk ôfwykt wurde moat.

By it tariedend wurk foar de Standertwurdlist hawwe de gearstallers dernei stribbe om alle staveringsproblemen te ynventarisearjen en der in oplossing foar te finen. It is hiel goed mooglik dat har wurkjendewei noch wat problemen oppenearje dy't oplost wurde moatte. It fêststellen fan de 'nije'

staveringsregels foar it Frysk sil dan ek net earder kinne as wannear't de standertwurdlist sa goed as klear is. Om goed en mei faasje oan de gearstalling wurkje te kinnen, is it lykwols al fan belang dat de gearstallers it frij hawwe om de needsaaklike staveringsoanpassingen troch te fieren. Hjirûnder is op in rychje set fan hokker oanpassings oft ferlet is en werom. De staveringsfoechhawwer soe op koarte termyn, foardat mei de gearstalling en redaksje fan de wurdlist fan ein gien wurdt, it prinsipebeslút nimme moatte dat it ûndersteande staveringsadvys fan de Fryske Akademy, eventueel mei oanfollingen, oernommen wurde sil en ferwurke yn in folsleine regeling foar de stavering fan it Frysk. Dy folsleine regeling is in yntegraal ûnderdiel fan 'e Standertwurdlist.

2. Staveringsoanpassingen (Pieter Duijff en Frits van der Kuip)

2.1 De stavering fan de klank /u(:)/
De regels fan 1945 foar de koarte/u/ en de lange /u:/ binne: altyd <û>, behalven as it tebekgiet op Aldfryske /o:/, dan moat de klank mei <oe> stavere wurde. Dy regel is yn 1976 net wizige. Wat doe wol wizige is:

ou foar n = û (joun = jûn)
û foar r =oe (ûre=oere)

De wiziging fan de /u(:)/-regel út 1945 is sûnt net yn it ûnderwiis, net yn de wurdboeken en net yn grammatika's trochfierd. Slimmer noch, de les-, staveringsboekjes en grammatika's jouwe oare regels en ezelsbrechjes en komme bytiden neffens de fêststelde staveringsregels op 'ferkearde' foarmen út. Yn de praktyk wurdt nammentlik lang net altyd neffens de foarskreaune regels de /u(:)/ mei <û> stavere.

Wat lestich by de beregeling fan 1945 is, is de faktor 'Aldfrysk'. It Aldfrysk is it Frysk dat oant rûchwei 1550 allinnich yn skreaune foarm oerlevere is. De trochsneed staverder hat gjin kennis fan it Aldfrysk om in goede ôfwaging meitsje te kinnen, sels foar taalkundigen is dat gauris lestich omdat de skriftlike oerlevering út it Aldfrysk wei o sa gatterich is. Op grûn fan de besteande regeljouwing soe in wurd as 'poes' stavere wurde moatte as 'pûs', want 1) it wurd hat de [u]-klank en 2) it wurd is út it Aldfrysk wei net oerlevere. It wurd 'boek' is wol neffens de regels stavere, want it Aldfrysk hie 'bok', útsprutsen mei in lange [o:].

Nije regels foar de stavering fan /u(:)/

Haadregel
de /u(:)/wurdt yn it Frysk stavere as <û>

Op dy regel binne twa útsûnderingen:
a. **As it dúdlik oerienkomstige Standertnederlânske wurd in <oe> hat, dan hat it Fryske wurd dat ek.**
Opmerking: Dit wurdt sa dien omdat datoangeande der in staveringstradysje is.

Konsekwinsjes: In beheind tal (ca. 20) meast leechfrekwinte wurden krijt mei dizze regeloanpassing in oar wurdbyld. Guont dy't no (almeast) mei in <û> stavere wurde, sille nei de regeloanpassing mei in <oe> skreaun wurde. Foarbylden binne:

fûkepot → foekepot
fûterje/foeterje→ foeterje
kalmûs → kalmoes
tûfe → toefe
wûps → woeps

Guont (ca. 20) dy't no mei in <oe> stavere wurde, sille nei de regeloanpassing mei in <û> skreaun wurde. Foarbylden binne:

bazoeka → bazûka
doezebout → dûzebout
hoekeniel → hûkeniel
joetse → jûtse

koetsebeibeam → kûtsebeibeam
noegje → nûgje

b. **De bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden krijt yn de doetiid foar de /u(:)/-klank <oe>.**

Opmerking: Oan no ta wurdt dat sa dien, en der is gjin reden om fan dy tradysje ôf te wiken. Troch foar dizze stavering te kiezen, wurdt dúdlik ûnderskie makke tusken de doetiid oan de iene kant en de notiid oan de oare kant. Tink oan: ik lûk (notiid) - loek (doetiid)

Konsekwinsje: gjint

Foarbylden binne: bedrage - bedroech - bedragen slaan - sloech - slein

2.2 <eo> en <eau>
Wy hawwe no foar it foneem /ö.ə/ ûngelikense staveringen: <eo> en <eau>: bygelyks sneon en dreau(n). Dat bliuwt sa, mar foar ien wurd komt klearrichheid: reauntsje, dat ek wol as reontsje stavere wurdt. It wurdt konsekwint reauntsje.

2.3 <ieu> en <iuw>
Yn de staveringsferienfâldiging fan 1945 wurdt yn ôfdieling 5 'Enige aparte gevallen' foarskreaun dat lieu en kieu tenei mei <iuw> stavere wurde. Wy wolle dêr in pear gefallen mei <ieu> oan ta foegje: ieu, Sieusk en Hebrieusk. Dat betsjut dat de stavering <ieu> ferdwynt mei as konsekwinsje dat de wurden ieu, Sieusk en Hebrieusk tenei lykas kiuw, liuw, miuw en spriuw mei <iuw> stavere wurde, lykas de tiidwurden biuwe, bliuwe, driuwe, giuwe, kliuwe, piuwe, priuwe, riuwe, skriuwe, triuwe, wiuwe en wriuwe.

2.4. Frjemde wurden

2.4.1 Algemien
Der is it ien en oar regele foar frjemde wurden (DS 1982). Yn de regels wurdt oanjûn hoe't nije wurden út oare talen, gewoanwei frjemde wurden neamd, har oan de Fryske stavering oanpasse moatte. Meastentiids giet dat yn de praktyk wol ridlik goed, mar as men de regels hiel strak hantearret, wat de regeling min ofte mear foarskriuwt, kinne der rare wurdbylden ûntstean. Sa wurdt neffens de regels it Frânske wurd souper wol stavere as sûper. Dat is sa'n raren ien. Derneist binne der gâns frjemde wurden dy't wol oan it Frysk oanpast binne. In foarbyld dêrfan is kompjûter. Dit wurdbyld is akseptearre; de Standertwurdlist sil dêr fansels yn meigean.

Yn de beregeling fan de stavering (eigen en frjemde wurden yn ien regeling) moat komme te stean dat yn guon gefallen wurden stavere wurde kinne sa't se as frjemde wurden yn ús taal kaam binne. Dus in soarte fan superregel. Yn de standertwurdlist wurdt oanjûn hoe't it moat. Sa sil souper dêr as souper stavere wurde en him dus ûntlûke oan de staveringsregels foar it Frysk. Benammen Ingelske wurden sille ûnferoare opnaam wurde en harren ûntlûke oan de regeljouwing foar it Frysk.

2.4.2 <f>/<v> en <s>/<z> yn frjemde wurden

Yn de beregeling foar frjemde wurden (DS 1982) wurdt yn ôfdieling B, regel 18, oer de stavering fan de <v> en <z> yn frjemde wurden dit sein: 'v oan it begjin fan in wurd, wurdt yn it Frysk mei f- stavere / z oan it begjin fan in wurd, wurdt yn it Frysk mei s- stavere'. Mear wurdt oer de stavering fan de /v/ en de /z/ net regele en yn de praktyk is dat te min. Men sjocht dêrtroch dan ek dat by de stavering fan dizze klanken yn frjemde wurden in soad ûnwissigens is. Men treft bytiden nuvere oplossingen oan. Sa wurdt bygelyks it frjemde wurd fokaal altyd wol neffens de regels mei in <f> stavere, yn it wurd stamfokaal sjocht men dy <f> ek, mar yn yntervokaal wurdt ornaris in <v> stavere. De redenearring dêrachter is, dat yntervokaal foarme is út in elemint dat net selsstannich bestean kin (ynter-) en in selsstannich wurd (fokaal). Sokke wurden hite ôfliedingen. It wurd stamfokaal bestiet út twa selsstannige wurden (stam en fokaal). Wurden dy't út twa selsstannige eleminten besteane, wurde gearstallingen neamd. It wurd gefentilear is ek in ôflieding, mar, omdat it earste lid dêrfan in Frysk-eigen elemint is, wurdt dat wurd mei <f> stavere. Foar taalkundigen is dit nei te kommen, foar de trochsneed Fryskskriuwer al hielendal net. Men krijt mei dizze praktyk nammers ek mâl wikseljende wurdbylden. Hjirûnder is de praktyk mei foarbylden gearfette:

a) by in gearstalling skriuwe wy in f of s. Foarbylden: stamfokaal, wittenskipsfyzje, útfentilearje, tippelsône

b) by in ôflieding mei as earste lid in eigen foarheaksel skriuwe wy in f of s. Foarbylden: gefentilear

c) by in ôflieding mei as earste lid in liend foarheaksel skriuwe wy in v of z. Foarbylden: yntervokaal, semyvokaal, televyzje, devaluaasje, hyperventilaasje, ultraviolet, ultrazionistysk, mikrozoölogy

Wy moatte ta op in heldere regeling. **Oan it begjin fan in grûnwurd komt yn it Frysk yn prinsipe net in v of z foar, mar in f of s, ek as dat wurd ûnderdiel is fan in gearstalling of in ôflieding.** Dat jildt foar sawol eigen as liende wurden. Dus: bestiet yn it Frysk in (frjemd) grûnwurd mei oan it wurdbegjin in f of s, dan wurdt dat lyksa stavere yn in gearstalling of ôflieding.

Fansels doele wy net op gefallen dêr't it taalhistoarysk om in oar grûnwurd giet, bgl. amazône, bivak, korvee, lavindel, ivoar dat neat te krijen hat mei resp. sône, fak, fee, findel en foar.

Konsekwinsje mei foarbylden:
fokaal (selsstannich wurd), dus: *stamfokaal*, *semyfokaal*, *ynterfokaal*
fyzje (selsstannich wurd), dus: *telefyzje*, *superfyzje*, *profyzje*, *refyzje*
falide (selsstannich wurd), dus: *ynfalide*
sionistysk, *soölogy* (selsstannige wurden), dus: *ultrasionistysk*, *mikrosoölogy*
ferbum (selsstannich wurd), mar *proverbium*, *adverbiaal* en *deverbatyf* hâlde in <v> omdat de wurddielen dy't mei in <v> begjinne net selsstannich besteane
falinsje (selsstannich wurd), mar: *trivalint*, *univalint*, *prevalint*, mar hâlde in <v> omdat de wurddielen dy't mei in <v> begjinne net selsstannich besteane

Noch in pear foarbylden fan wurden dy't in <v> hâlde omdat it twadde lid gjin selsstannich wurd is: *advokaat, konvokaasje, evakuaasje, evakuearje*.

Aanpassing spelling Fries voor woordenlijst

ATZE JAN DE VRIES

LEEUWARDEN - Voor er een standaardwoordenlijst voor de Friese taal kan komen, is eerst een aanpassing van de spellingregels nodig, zegt de Fryske Akademy.

In oktober van dit jaar presenteert de Akademy op verzoek van het provinciebestuur een 'groen boekje' voor de Friese taal. Althans, dat is de bedoeling. Maar volgens medewerkers van het wetenschappelijke instituut is het een onmogelijke taak omdat de huidige spellingregels niet altijd uitsluitsel geven.

Zij pleiten daarom voor aanpassing van de regels. Voor vier zaken: de *oe* en de *û*, de *ieu* en de *iuw*, de *eo* en de *eau* en de zogenoemde frjemde wurden.

In april buigen provinciale staten zich over de kwestie. Alle gebruikers van het Fries krijgen er mee te maken.

Vooral bij de oe-klank is het een rommeltje, tot in de woordenboeken toe. In 1945 is als hoofdregel gesteld dat Friese woorden met een oeklank een oe-spelling krijgen als ze teruggaan op woorden die in het oud-Fries een *o* hadden. In alle andere gevallen moest het *û* worden. De tweede regel is: schrijf je het Nederlandse equivalent met een *oe*, dan het Friese woord ook.

Conform die uitgangspunten is een poes in het Fries een *pûs* in plaats van het alom gebruikte *poes*, zegt Pieter Duijff van de Fryske Akademy. De nieuwe regel moet zijn: gebruik een *oe* als het Nederlands dat ook doet, en in alle andere gevallen wordt het een *û*.

Dat heeft consequenties voor tientallen bestaande woorden met een *û*. *Kalmûs* wordt dan *kalmoes*, *rûs roes* en *wûps woeps*. Andersom gebeurt ook: de Friese spelling van bazooka is nu *bazoeka*. Dat wordt *bazûka*. En zo is *goelasj* straks *gûlasj*, *keboef kebûf* en *toek tûk*.

In de categorie *eo* en *eau* gaat het slechts om één woord: *reontsje/reauntjse*. Nu mogen beide schrijfwijzen, straks alleen de laatste. Voor de *ieu* en de *iuw* is voor drie woorden aanpassing nodig: *ieu*, *sieusk* en *hebrieusk*.



Er komt een aanpassing van de Friese spelling. FOTO LC/SIEP VAN LINGEN

Het gaat om kleine zaken, zegt Duijff. De meeste mensen zullen er niet wakker van liggen, erkent hij, „mar wol ast in standert meitsje moatst!"

De standaardwoordenlijst telt naar verwachting zo'n 137.000 woorden, waarvan er vele een reeks vervoegingen krijgen. Niet alleen *boek*, ook *boekje* en *boeken*. Al met al brengt dat de totale hoeveelheid woorden op ongeveer 4 maal 137.000, schatten medewerkers van de Akademy.

Zij gaven woensdag een presentatie in het Provinsjehûs. Anne Dykstra van de Akademy zegt dat er vier online-producten in de maak zijn: de *wurdlist*, een *staveringshifker*, een *wurdboek* en een *automatyske oersetter*.

Voor de standaardwoordenlijst zijn vele keuzes nodig, omdat het om standaarden gaat. Het woord *wûnder* zal er wel in staan, het eveneens goed gespelde *wonder* niet. Wel *romte*, geen *rûmte*. De doorslag geeft steeds welke schrijfwijze het meest in gebruik is.

It ferlet fan in heldere Fryske stavering

h1) h13/3/12

Stavering komt eins hjir op del: in ôfspraak om op in handige en effisjinte manier dúdlik sprutsen taal om te setten yn skreaune taal. Mar sa ienfâldich is dat net. Foar guon is stavering in halssaak.

Opinie

Anne Dykstra

Joast Halbertsma (1789-1869) sei it al, it is ûnmooglik om mei ús beheind alfabet sprektaal om te setten yn skriuwtaal. Dochs moatte wy dat, en dogge wy dat. En it slagget ús ek aardich. Dat komt om't wy mei-inoar ôfpraat ha hoe't wy sprektaal omsette yn skriuwtaal. At de ôfspraken dúdlik binne, is der neat te rêden, ek al is it soms wat behelpen.

De skiednis leart ús lykwols dat it sa ienfâldich net is. Stavering is in behyplike saak, foar guon minsken in halssaak. Wêrom eins? Wêrom wolle guont no noch neffens de âlde staveringsregels 'hwat' skriuwe yn stee fan 'wat'? Is 'hwat' Frysker? Slût it better oan by it Aldfrysk? Moat dêrom dy 'h' stean bliuwe? Dat soe in argumint wêze kinne, want we skriuwe 'hjoed' ek mei in stomme 'h' om in bân mei de skiednis fan it wurd út te drukken. Yn it Nederlânsk fine dy 'h' werom yn 'heden' en it Dútsk hat 'heute.'

Oan it wurdsje 'wat' sjogge we dat it neat útmakket dat dy 'h' net skreaun wurdt. De measten dy't hjoed de dei Frysk skriuwen leare, sille net iens witte dat it ea 'hwat' west hat. De stavering 'joed' soe dêrom likegoed kinne. 'Skriuw sa'tst praatst' soene we dat prinsipe neame kinne. Op himsels is dêr ek neat op tsjin, mar it konsekwint trochfieren fan dat prinsipe soe dochs wol wat betizing jaan kinne. Sa is it gewoan handich om op skrift ûnderskie te meitsjen tusken 'grau' en 'grou.' En dat is eins ek alles wat stavering ynhâldt: in ôfspraak om op in handige en effisjinte manier dúdlik sprutsen taal om te setten yn skreaune taal.

Ferkearsregels

Ferkearsregels binne ferlykbere ôfspraken, en, lykas mei alle ôfspraken, men kin jin deroan hâlde of net. Foar it oertrêdzjen fan in ferkearsregel kin men in boete krije. Op skoalle smyt in ôfwiking fan 'e staveringsregels in reade streek op, mar at je len kear fan skoalle ôf binne, dan kinne je yn prinsipe staverje sa't je wolle. Hielendal straffeleas kin dat lykwols ek wer net. In sollisitaasjebrief kinne je dochs better neffens de staveringsôfspraken opstelle.

Praat in kertierke mei de minsken fan it Groene Boekje, en je soenen nea wer in wurd oer it beregeljen en foarskriuwen fan 'e stavering sizze doarre. Mei elke nije edysje fan it Groene Boekje reint it lilke brieven en e-mails. Likegoed is der by oerheden en yn it ûnderwiis ferlet fan helderheid oer de stavering. De Flaamske en Nederlânske oerheden skriuwe dêrom de offisjele stavering oan harsels en oan it ûnderwiis foar.

Foar it Frysk jildt dat ferlet fan helderheid ek, noch mear as foar it Nederlânsk. Foar it earst yn 'e skiednis fan 'e Fryske stavering wurdt no op de Fryske Akademy wurke oan 'e online Standertwurdlist Frysk. Gjin niget dat dat bart op fersyk fan 'e provinsje Fryslân. Ut it ûnderwiisfjild wei ha wy al opfongen dat it ûnderrjocht yn it Frysk gâns baat ha sil by in standertwurdlist.

> Wêrom wolle guont no noch neffens de âlde staveringsregels 'hwat' skriuwe yn stee fan 'wat'?

Troch de perikels om it Groene Boekje hinne wisten wy al dat it meitsjen fan in Standertwurdlist sinnich en ferantwurdlik wurk is. Der moatte allegeduerigen knopen trochhakke wurde, net allinne wat staveringsregels oangiet, foaral fan útlânske wurden, mar ek by de kar fan wurden en har ferbûgings út de trije Fryske haaddialekten. Wy sille fan ûs kant de kar foar in beskate stavering of foar in beskate standertfoarm dúdlik ferantwurdzje. Wy tidigje derop dat we sa mei elkenien dy't Standertfrysk skriuwe wol in goede ôfspraak meitsje kinne.

De Standertwurdlist sil ynboud wurde yn 'e nije staveringshifker dêr't de Akademy ek oan wurket. Foar dy't it hier no rjocht oerein stiet, it is de bedoeling dat de staveringshifker sa ynrjochte wurdt dat de brûker sels kieze kin foar in rommere noarm.

Anne Dykstra is leksikograaf by de Fryske Akademy

Oan Provinsjale Steaten

provinsje fryslân
provincie fryslân

Gearkomste	: 24 april 2013
Wurklistnûmer	: 10B
Beliedsprogramma	: Programma 8 Kultuer, Taal en Underwiis
Ôfdieling	: Kultuer & Mienskip
Behanneljend amtner	: H. Akerboom
Tastel	: 81 36
Registraasjenûmer	: 1041844
Primêr nûmer	: 1041844

Ûnderwerp : Wiziging staveringsregeling Frysk om te kommen ta in standertwurdlist foar it Frysk

Taheakke : Advys regeloanpassing Fryske stavering fan de Fryske Akademy, fan 18 jannewaris 2013

Oanlieding / Beliedsramt : De steatefraksje fan GrienLinks hat troch it stellen fan skriftlike fragen yn april 2011, oandacht frege foar in standertwurdlist foar it Frysk. Om't de leksikografen fan de Fryske Akademy de wurdboeken foar de Fryske taal skriuwe en by it fêststellen fan de stavering yn it ferline in wichtige advisearjende rol spile hawwe, is de provinsje hjiroer yn petear gien mei de Fryske Akademy. Nei oanlieding hjirfan hat de Fryske Akademy in projektoanfraach yntsjinne oangeande it ûntwikkeljen fan in standertwurdlist en in digitale staveringshifker. Dy oanfraach is ein 2011, begjin 2012 honorearre. Wurkjendewei is de Fryske Akademy der lykwols achterkaam, dat de hjoeddeistige staveringsregeling net konsistint en net folslein is. It is foar harren sadwaande no noch net mooglik in standertwurdlist op te stellen. Dy ynkonsekwinsjes moatte troch in oanpassing fan de staveringsregeling oplost wurde. It foech oangeande de staveringsregeling leit foar it grutste part by Provinsjale Steaten. Allinnich oangeande de frjemde (útlânske) wurden hawwe Deputearre Steaten it foech krigen om in regeling te treffen.

Koarte gearfetting : De provinsje hat de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze wurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk, of offisjeel de 'Woordenlijst Nederlandse Taal van de Nederlandse Taalunie'. De standertwurdlist moat in oersjoch jaan fan de offisjele stavering fan it Frysk en hjirmei de ûndúdlikens dy't der bestiet oer hoe't guon

wurden skreaun wurde moatte, ferhelpe.

In standertwurdlist moat oanbean wurde yn de goede stavering. Hjirfoar bestiet de staveringsregeling foar it Frysk. Doe't de Fryske Akademy mei de ynventarisaasje fan de standertwurdlist oan de slach gie, kamen hja der efter dat de staveringsregeling dy't op dit stuit fan krêft is, net folslein en ek net konsistint is. Dat betsjut dat de staveringsregeling oanpast wurde moat om op grûn fan dy nije regeling in standertwurdlist meitsje te kinnen. Provinsjale Steaten wurdt no frege om grien ljocht te jaan foar útwurking de staveringsoanpassing sa't de Akademy foarstelt. De Fryske Akademy hat pas in folslein oersjoch oer alle mooglike wizigings oan it ein fan it trajekt. Dat betsjut dat Provinsjale Steaten nei de ynstimming fan no, by it opleverjen ek frege wurde sil om in definityf beslút te nimmen oer de regeling en de oanpaste oardering.

It foech om de stavering fan it Frysk fêst te stellen is op dit stuit ferparte ûnder Provinsjale en Deputearre Steaten. Provinsjale Steaten hat it foech om de 'algemiene' staveringsregeling fêst te stellen, Deputearre Steaten hat fan Provinsjale Steaten yn 1976 it foech krigen om sa nedich in regeling te treffen foar de frjemde of lienwurden (útlânske wurden). Om't it ûnderskied tusken frjemde wurden en Frysk-eigene wurden ferfalt en yn de nije staveringsregeling dêrmei de regels foar frjemde wurden ferdwine, komt it folsleine foech oangeande de staveringsregeling wer yn hannen fan Provinsjale Steaten.

Taljochting : Needsaak ta wizigjen staveringsregeling

In Te Gast fan Jan Schotanus yn april 2011 oer it ferlet fan in Grien Boekje foar it Frysk, wie oanlieding foar de steatefraksje fan GrienLinks om hjiroer skriftlike fragen te stellen. It die bliken dat dit ferlet der yndie breed yn de Fryske mienskip wie en de Fryske Akademy hat ein 2011 en begjin 2012 de opdracht krigen foar it ûntwikkeljen fan in wurdboekportaal (digitale staveringshifker), in Grien Boekje en in Oersethelp (yn de styl fan Google-translate). Lykwols, op grûn fan de staveringsregels dy't op dit stuit fan krêft binne, kin net in standertwurdlist makke wurde. Dy standertwurdlist is wol fanneden om it Grien Boekje en de staveringshifker ôf te rûnen. Sadwaande hat de Fryske Akademy in ynventarisaasje makke fan de swierrichheden dy't de hjoeddeistige staveringsregels opsmite en stelt in oantal wizigings út. Dy wizigings sille net rigoereus wêze, it giet mar om likernôch 10% fan de wurden dy't om oanpassing freegje. De Akademy hat hjiroer in notysje skreaun, dy't ek foarlein is oan fiif ynterne en fjouwer eksterne saakkundigen. Harren opmerkings en kommentaar is ferwurke ta in definityf advys, dat no oanbean wurdt oan Provinsjale Steaten ta beslútfoarming.

Skiednis staveringsregeling

Yn 1879 is de earste offisjele stavering fan it Frysk

fêststeld, troch it Selskip foar Fryske Taal en Skriftekennisse. Yn dat jier namen Deputearre Steaten fan Fryslân foar it earst it beslút dat der in kompleet wurdboek Nederlânsk – Frysk komme moast. In staveringsregeling wie dêrfoar needsaaklik. Yn 1945 is de staveringsregeling oanpast, dêrnei noch yn 1969 en 1976. Yn 1969 hawwe Provinsjale Steaten by amendemint it rjocht om de staveringsregeling fêst te stellen nei harren talutsen: "it fêststellen fan de offisiële stavering fan it Frysk heart ta it foech fan de Provinsiale Steaten". De staveringsregeling dy't hjoed-de-dei fan krêft is, is nei fêststelling troch Provinsjale Steaten yn 1976, yngien yn 1980. Der wie ien útsûndering: de stavering fan frjemde of útlânske wurden. Provinsjale Steaten hat bepaald dat Deputearre Steaten hjir in aparte regeling foar treffe koe. Yn 1982 is de staveringsregeling fan útlânske wurden dêrom troch Deputearre Steaten fêststeld. Dat hâldt yn dat der twa oardenings binne op grûn wêrfan de stavering fan it Frysk regele is. Utsteld wurdt om ien nije staveringsregeling en dus ek ien nije oardering fêst te stellen en de twa âlde oarderings yn te lûken. It folsleine foech oangeande de stavering komt hjirmei wer yn hannen fan Provinsjale Steaten.

Arguminten foar de kar om it folsleine foech wer by Provinsjale Steaten te hâlden

De stavering fan it Nederlânsk is regele op grûn fan de Spellingwet (2005). Neffens dy wet leit it foech by it "Comité van Ministers van de Nederlandse Taalunie" en kin troch ministerieel beslút de stavering fan it Nederlânsk fêstlein wurde. De Nederlânske Taalunie bestiet út Nederlân, Flaanderen en Suriname. Analooch hjiroan falt it te oerweagen om it foech oangeande de stavering fan it Frysk by Deputearre Steaten del te lizzen. Effisjinsje is dêrby in wichtich argumint. Wy binne lykwols fan betinken dat it foech oer de Fryske staveringsregeling by Provinsjale Steaten thús heart, om de folgjende redenen:

- It foech is fan PS en hat dit yn 1969 mei in amendemint eksplisyt 'opeaske': it fêststellen fan de offisiële stavering fan it Frysk heart ta it foech fan de Provinsiale Steaten. It is in belangryk rjocht fan de Fryske Steaten;
- De Fryske taal is foar in protte minsken eat dat gefoel en emoasje rekket. It ferline (1969 en 1976) hat leard dat 'staveringskwestjes' in soad emoasjes opropt by minsken. Dat de folksfertsjintwurdiging harkje kin nei de lûden út de mienskip en op grûn hjirfan in beslút nimme kin, betsjut dat de Fryske taal yn al syn hear en fear demokratysk legitimearre is.
- Eventuele bestjoerlike ûntwikkelings op provinsjaal nivo. Nei de Twadde Wrâldoarloch hawwe Provinsjale Steaten yn alle gefallen trije kear oer de stavering redendield: yn 1945, 1969 en 1976. Dat sil yn de takomst ek nedich bliuwe. As Provinsjale Steaten it foech fuort jout, komt it nei alle gedachten net wer werom. Op dit stuit hat Fryslân in Frysksinnich kolleezje, mar dit kin yn de takomst oars wêze. It Frysk moat net ôfhinklik wurde fan de bestjoerders dy't yn Deputearre Steaten sitte. Dêmeist liket bygelyks in Noardlik lânsdiel op dit stuit hiel fier fuort, mar wy kinne net yn de takomst sjen.

Mocht it sa wêze dat der oer 30 jier in Noardlik kolleezje sit mei mar ien of twa Friezen, kin dat in grut risiko foar it Frysk betsjutte;

- Yn it ramt fan de takediskusje is bepaald dat de Fryske taal en kultuer kearntaken binne fan de provinsje Fryslân. Fryslân is dan ek in 12+1 provinsje. Op basis hjirfan leit it yn de reden dat de folksfertsjintwurdiging hjir in grutte ferantwurdlikheid yn hat en hâldt;
- De stavering fan it Nederlânsk rekket meardere lannen; Nederlân, Flaanderen en Suriname mei elk in eigen folksfertsjintwurdiging. It soe ûnwurkbere situaasjes opsmite kinne as dizze trije in mienskiplike stavering fêststelle moatte soenen. It Frysk hat in folle beheinder taalgebiet, dêr't allinnich Provinsjale Steaten as folksfertsjintwurdiging in útspraak hoege te dwaan oer de stavering.
- By de Nederlânske Taalunie hat de fêststelling fan it nije 'Groene Boekje' yn 2006 ta grutte opskuor laat. Dit resultearre yn de 'Witte Spelling', dêr't grutte media lykas de Volkskrant, NRC, Trouw, Elsevier, HP/De Tijd, Vrij Nederland, de NOS, het Genootschap Onze Taal ensfh. har by oansluten hawwe; Mei oare wurden: ek as it foech by it bestjoer leit ynstee fan de folksfertsjintwurdiging, kin reboelje ûntstean.

Beslútfoarming yn twa stappen

De Fryske Akademy hat oanjûn dat foar in standertwurdlist, de staveringsregeling oanpast wurde moat. Hjirfoar hat de Akademy sa goed as mooglik de knyppunten yn byld brocht, dêr't harren advys op basearre is. Sy slute lykwols net út dat pas by de ôfrûning fan de wurksumheden folsleine dúdlikens is, oft alle knyppunten boppe wetter binne. It beslút oer in nije staveringregeling kin lykwols net wachtsje, om't de Fryske Akademy dan net wit op grûn fan hokker staveringsregeling sy de standertwurdlist opstelle moatte. Sy achtsje de kâns dat der noch oanfoljende oanpassings komme sille hiel lyts, mar kinne it net útslute. Sadwaande wurdt Provinsjale Steaten frege no yn te stimmen om foarlizzende staveringsoanpassingen troch te fieren en oan it ein fan it trajekt definityf yn te stimmen mei de nije staveringsregeling (yn de foarm fan in nije staveringsoardering) en it ynlûken fan de twa âlde oarderings. Deputearre Steaten lûke op dat stuit de regeling fan 10 augustus 1982 foar de stavering fan de frjemde wurden yn it Frysk, yn.

Advys

Op grûn fan harren ynventarisaasje komt de FA mei de folgjende wizigingsfoarstellen (sjoch ek it advys regeloanpassing fan de Fryske Akademy):

- De stavering fan de klank /u(:)/

Haadregel; de /u(:)/wurdt yn it Frysk stavere as <û>.

Op dy regel binne twa útsûnderingen:

a. As it dúdlik oerienkomstige standertnederlânske wurd in <oe> hat, dan hat it Fryske wurd dat ek.

In beheind tal (ca. 20) meast leechfrekwinte wurden krijt mei dizze regeloanpassing in oar wurdbyld. Guont dy't no

(almeast) mei in <û> stavere wurde, sille nei de regeloanpassing mei in <oe> skreaun wurde. Foarbylden binne:
fûkepot -> foekepot
fûterje/foeterje -> foeterje
kalmûs -> kalmoes

Guont (ca. 20) dy't no mei in <oe> stavere wurde, sille nei de regeloanpassing mei in <û> skreaun wurde.
Foarbylden binne:

bazoeka -> bazûka
doezebout -> dûzebout
hoekeniel -> hûkeniel

b. De bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden krijt yn de doetiid foar
de /u(:)/-klank <oe>.

Foarbylden binne: bedrage - bedroech - bedragen
slaan - sloech - slein

- De stavering fan <eo> en <eau>; It wurd reauntsje, dat ek wol as reontsje stavere wurdt, wurdt konsekwint reauntsje;
- De stavering fan <ieu> en <iuw>; De stavering ieu ferdwynt mei as konsekwinsje dat de wurden ieu, Sieusk en Hebrieusk tenei mei <iuw> stavere wurde,
- De algemiene stavering fan frjemde wurden; Frjemde wurden kinne stavere wurde neffens de regels foar Fryskeigene wurden én neffens de regels út de boarnetaal. Hjir is gjin regel foar te jaan. Yn de standertwurdlist wurdt helderheid jûn.
Foarbylden binne: kompjûter dêr't de Fryske stavering fan ynboargere is, mar wurden as 'lits-jumeaux' of 'coach' binne hast net oer te setten. Dit smyt faak tige frjemde wurdbylden op.
- De stavering fan <f>/<v> en <s>/<z> yn frjemde wurden ;
Oan it begjin fan in grûnwurd komt yn it Frysk yn prinsipe net in v of z foar, mar in f of s, ek as dat wurd ûnderdiel is fan in gearstalling of in ôflieding. Dat jildt foar sawol eigen as liende wurden. Dus: bestiet yn it Frysk in (frjemd) grûnwurd mei oan it wurdbegjin in f of s, dan wurdt dat lyksa stavere yn in gearstalling of ôflieding.
Konsekwinsje mei foarbylden:
fokaal (selsstannich wurd), dus: stamfokaal, semyfokaal, ynterfokaal
fyzje (selsstannich wurd), dus: telefyzje, superfyzje, profyzje, refyzje
falide (selsstannich wurd), dus: ynfalide

Ferfolchproseduere

13 febrewaris: de wiziging fan de staveringsregeling is ûnderwerp west fan in ynformearjende steatekommisje

Boarger en Mienskip, mei taljochting troch de Fryske Akademy
10 april: behanneling yn de steatekommisje Boarger en Mienskip
24 april: behanneling yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten
1 oktober: opleverdatum Fryske Akademy
Ein 2013 / begjin 2014: definitive oardering staveringsregeling opstelle en ta beslútfoarming foarlizze oan Provinsjale Steaten, wêrnei de regels (yn oerlis mei it fjild) fan krêft wurde.

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

J.A. Jorritsma , foarsitter

drs. A.J. van den Berg , sekretaris

10B Wiziging staveringsregels Frysk

De provinsje hat de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze wurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk, of offisjeel de 'Woordenlijst Nederlandse Taal van de Nederlandse Taalunie'. De standertwurdlist moat in oersjoch jaan fan de offisjele stavering fan it Frysk en hjirmei de ûndúdlikens dy't der bestiet oer hoe't guon wurden skreaun wurde moatte, ferhelpe. In standertwurdlist moat

oanbean wurde yn de goede stavering. Hjirfoar bestiet de staveringsregeling foar it Frysk. Doe't de Fryske Akademy mei de ynventarisaasje fan de standertwurdlist oan de slach gie, kamen hja der efter dat de staveringsregeling dy't op dit stuit fan krêft is, net folslein en ek net konsistint is. Dat betsjut dat de staveringsregeling oanpast wurde moat om op grûn fan dy nije regeling in standertwurdlist meitsje te kinnen. Provinsjale Steaten wurdt no frege om grien ljocht te jaan foar útwurking de staveringsoanpassing sa't de Akademy foarstelt. De Fryske Akademy hat pas in folslein oersjoch oer alle mooglike wizigings oan it ein fan it trajekt. Dat betsjut dat Provinsjale Steaten nei de ynstimming fan no, by it opleverjen ek frege wurde sil om in definityf beslút te nimmen oer de regeling en de oanpaste oardering. It foech om de stavering fan it Frysk fêst te stellen is op dit stuit ferparte ûnder Provinsjale en Deputearre Steaten. Provinsjale Steaten hat it foech om de 'algemiene' staveringsregeling fêst te stellen, Deputearre Steaten hat fan Provinsjale Steaten yn 1976 it foech krigen om sa nedich in regeling te treffen foar de frjemde of lienwurden (útlânske wurden). Om't it ûnderskied tusken frjemde wurden en Frysk-eigene wurden ferfalt en yn de nije staveringsregeling dêrmei de regels foar frjemde wurden ferdwine, komt it folsleine foech oangeande de staveringsregeling wer yn hannen fan Provinsjale Steaten.

Utstel

It kolleezje fan Deputearre Steaten stelt it neikommende út.

1. It 'Advys regeloanpassing Fryske stavering' fêst te stellen en yn te stimmen om de wizigings yn de staveringsregeling troch te fieren;
2. It Kolleezje fan Deputearre Steaten te fersykjen de Fryske Akademy de opdracht te j aan de standertwurdlist op grûn fan it fêststelde advys út te wurkjen;

Tasizzings

Deputearre De Vries docht de neikommende tasizzing.

* It kolleezje stjoert derop oan dat de Fryske staveringshifker op 1 oktober klear is.
* De wiziging fan de regels kin mei direkte yngong ynfierd wurde en sil goed buorkundich makke wurde, ek yn it ûnderwiis.

Beslút fan Provinsjale Steaten

It útstel wurdt mei algemiene stimmen **oannommen.**

Provinsjale Steaten wizigje Fryske stavering

TONGERSDEI 25 APRIL 2013

Op 'e telefyzje spûke it 19e-iuwske spûk by de bûkebeam.

LJOUWERT – Sûnder grutskalich omtinken fan de media hawwe Provinsjale Steaten woansdei de offisjele staveringsregels foar it Frysk wizige. Alle oanwêzige Steateleden stimden foar de wiziging.

Oe / û

De opfallendste fernijing is te sjen by de skriuwwize fan de û/oe. Koarte en lange û-lûden wurde tenei skreaun as 'oe' as dat ek bart yn de Nederlânske oersetting fan in wurd en yn de doetiid fan tiidwurden. Yn oare gefallen wurde se as 'û' skreaun. Dat betsjut dat in stikmannich wurden tenei oars skreaun wurde moatte. Foarbylden fan de nije skriuwwize binne:

spûk (earder 'spoek')
foeterje (earder 'fûterje')
útnûgje (earder 'útnoegje')
toefe (earder 'tûfe')

Telefyzje

Yn in stikmannich wurden feroaret in 'v' of 'z' yn in 's' of 'f', bygelyks yn:

telefyzje (earder 'televyzje')
ynfalide (earder 'ynvalide')
refyzje (earder 'revyzje')

20e iuw

De skriuwwize 'ieu' wurdt ferfongen troch 'iuw', bygelyks yn:

Siuwsk (earder 'Sieusk')
20e iuw (earder '20e ieu')

Fryske Akademy

De wizigings binne trochfierd op advys fan de Fryske Akademy. Dy is op fersyk fan de provinsje dwaande mei in staveringslist, it saneamde 'Fryske Griene Boekje'. Dêryn komme hast alle Fryske wurden yn de korrekte skriuwwize te stean. De makkers kamen der lykwols efter dat guon saken oars yn de wurdboeken en learboeken steane as dat se neffens de

offisjele regels moatte soene. Se hawwe dêrom in útstel dien foar ienfâldigere regels.

Mooglik mear wizigings yn 2014

De Fryske Akademy hat de Steaten derfoar warskôge dat der by it meitsjen fan de staveringslist mear ûndúdlikheden boppe wetter komme kinne. De Steaten hawwe dêrom woansdei ja sein tsjin de útstellen fan de Akademy, mar se hawwe de mooglikheid iepen holden om nei de oplevering fan de list noch oars wizigings yn de offisjele stavering troch te fieren. De list wurdt ein 2013, begjin 2014 ferwachte. De wizigings dy't woansdei goedkard binne en de wizigings dy't noch komme wurde neffens de hjoeddeiske plenning allegear tagelyk rjochtsjildich. Dat sil begjin 2014 wêze. Amtners en ûnderwizers binne fan dan ôf ferplichte om de nije regels te brûken.

Klik hjir om it beslút fan Provinsjale Steaten te lêzen.
Klik hjir om it advys fan de Fryske Akademy te lêzen.

http://itnijs.nl/2013/04/provinsjale-steaten-wizigje-fryske-stavering

Staveringsellinde: wêrom?

By neare nacht en hurde wyn hawwe Provinsjale Steaten efkes wat staveringswizinkjes trochfierd en der is noch mear op kommendewei. De belangrykste wiziging is yn de stavering fan wurden mei in –û of in –oe: "Koarte en lange û-lûden wurde tenei skreaun as 'oe' as dat ek bart yn de Nederlânske oersetting fan in wurd en yn de doetiid fan tiidwurden. Yn oare gefallen wurde se as 'û' skreaun." 'Spoek' wurdt dus 'spûk'. En 'útnoegje' wurdt 'útnûgje'. Yn in pear wurden feroaret de –v yn in –f ('telefyzje') en de –z yn in –s. En 'ieu' wurdt 'iuw'.

Dizze staveringshokuspokus komt by de Fryske Akademy wei, dy't graach in Fryske wurdlist, in 'grien boekje', gearstalle wol dat ús leare moat hoe't Fryske wurden stavere wurde moatte. Blykber is in gewoan wurdboek foar dat doel net genôch. Blykber is it ûnbidige, mear as tweintich dielen tellend Wurdboek Fryske Taal (WFT) net gaadlik foar dat doel. Spitich oars, want it is online beskiber en elk kin it dus brûke.

Boppesteande noch frijwat kosmetyske oanpassings sille folge wurde troch mear. Want de Fryske Akademy moat al wurk hâlde fansels; se dogge dêr yn 'e takomst graach noch wat mear útstellen ta staveringsferoaringen. De wurdlist moat der yn 2014 wêze.

Wêrom moat dit allegear? Net ien dy't it snapt. Wurdlisten binne nearne goed foar as alle wurden fan dy taal al yn in wurdboek stean, dat ek nochris – digitaal – maklik oan te passen is. En dy wizigingen? Dy binne goed foar guon dy't de taal leare wolle, wurdt sein. Se meitsje de taal 'logysker. Och ja, dêr komt de tiidgeast om 'e hoeke sjen: safolle mooglik risseltaat mei sa min mooglik ynspanning. Want leare, dat is dreech. Dat mei in nije stavering al dy tûzenen minsken dy't al Frysk lêze kinne, no konfrontearre wurde mei wurdbylden dy't har tsjinsteane, wat soe it? 'Collateral damage' is akseptabel, sjoen it goede doel.

Mar de wizigingen binne dochs demokratysk ta stân kommen? 'Demokratysk' is yn dit ferbân in nijsgjirrich wurd. It stimfee fan PS folget it adfys fan de deputearre en hat sels noch noait in tel stilstien by taal noch stavering. It is sels net fan doel krekt te dwaan as fine se soks belangrike ûnderwerpen. De refleks is: wy moatte krektlyk as it Nederlânsk ek in 'grien boekje' hawwe. Nochrisom, wêrom? Noch it griene noch it wite boekje ha ik ea ynsjoen en om my te ferdútsen wat it ferskil is tusken dy beide wurdlisten, moat der eins in apart boekje komme.

It iennichste positive risseltaat fan dizze staveringsoplichterij is dat in lyts tal minsken – trije, fjouwer? – wer wurk hat. Mar de kâns om belutsenens by de taal te organisearjen troch in brede diskusje oer sin en ûnsin fan ditsoarte staveringswizigingen te begjinnen, is – fansels mei opset sin – fersitten. Wêr helje PS it lef wei om op grûn fan in adfys fan in net-funksjonearjend ynstitút efkes gau myn taal te feroarjen, wylst se sels te beroerd binne om it brûken fan it Frysk op de eigen ynternetsite ôf te twingen? Earme geveltsjeprovinsje.

Gelokkich binne der al skriuwers dy't iepentlik witte litte dat it gau dien wêze moat mei ditsoarte wizigingen yn it skreaune Frysk.

Sigrid Kingma op ItNijs.nl: "Wat in ûnsin om dat sa sûnder oan te kundigjen te feroarjen. Ast wolst dat net ien dalik mear goed Frysk skriuwt, dan moatst foaral soksoarte dingen betinke."

André Looijenga op ItNijs.nl: "Ik diel Sigrid har miening dat se der gjin goed oan dien

hawwe om dizze offisjele staveringsferoaring sûnder dúdlike foaroankundiging troch te fieren. It is, om sa te sizzen, 'stikem' bard, wylst yn it publyk hast gjinien him der iepentlik oer bekroade."

En Cornelis van der Wal, op ensafh.nl: "Ik begryp wier net wêr't dy wiziging foar nedich wie. Wierskynlik wie it wurkferskaffing... Hat de Akademy neat betters te dwaan? De stavering moatte jo sa folle mooglik litte sa't er is, om't oars 'âlde' boeken dreger te lêzen binne foar de takomstige lêzer. Ik doch der net oan mei!"

Ik slút my graach oan by boppeneamde sprekkers.

Geplaatst door Abe de Vries op 10:07

Een nieuwe spelling voor 'droog', 'eeuw' en 'televisie'?

Door André Looijenga

Sprekers van het Fries vinden het vaak lastig om hun taal goed te spellen. Geen nieuws op zich, maar dankzij facebook en twitter komen op een soms aandoenlijke, soms onthutsende wijze ook heel alledaagse schrijfsels in de spreektaal van gewone Friezen aan het oppervlak. Nogal wat Friestaligen blijken elementaire Friese spellingconventies amper onder de knie te hebben. Toegegeven: de Friese spelling ís iets waar je aan moet wennen. De voornaamste reden voor de vele schrijffouten in het Fries zal echter zijn dat de meeste sprekers op school niet of nauwelijks les gehad hebben in (en over) hun moedertaal.

In 2011 kwam het idee voor een Fries 'Groen Boekje' op, met als doel om eindelijk eens deugdelijke Friese spellingscontrole te kunnen hebben. Het provinciebestuur gaf de Fryske Akademy opdracht om zo'n standaardwoordenlijst samen te stellen. De lexicografen van de Akademy zijn voortvarend aan de slag gegaan met de bestaande spellingbesluiten en -conventies (de laatste ingrijpende wijziging kwam uit 1979/1980). Geruchten begonnen te circuleren dat er meer op stapel stond dan alleen het vaststellen van wat algemeen als norm geldt.
Zonder dat de regionale media er enige aandacht aan schonken, presenteerden de lexicografen afgelopen woensdag, 24 april, aan Provinciale Staten hun advies, waar de Staten prompt mee instemden. Verbaasd schrikt het Friesschrijvende wereldje nu wakker. Ineens dreigt onze officiële Friese spelling vanaf 2014 op een paar in het oog springende details toch behoorlijk te veranderen!

Geen zaak van wat koppeltekens of tussen-n'en, maar van een aantal alledaagse woorden zal het woordbeeld binnenkort flink 'moeten' veranderen, zo meende de commissie. In het plan dat deze week goedkeuring van de Staten kreeg, draait het om drie punten:

- de spelling van /u/ en /u:/ als 'oe' of 'û'
- de spelling van /iu/ als 'iuw'
- de spelling van 'Latijnse' leenwoorden

Het laatste punt is te illustreren met het woord 'televisie'. Wellicht bevreemdend voor niet-Friezen, is het in het Fries algemeen gewoonte om vreemde woorden zo veel mogelijk 'Fries' te spellen. Bovendien is er de regel dat Friese woorden niet met een v of een z kunnen beginnen; ook leenwoorden schrijf je daarom met resp. f- of s-. Binnen een woord geldt dit niet: 'televisie' was derhalve 'televyzje'. De nieuwe spellingsregel is dat het hier om een samenstelling gaat, en dat je, omdat het woord 'fyzje' (visie) los ook bestaat, de tv als 'telefyzje' moet schrijven.
Voor deze consistentie valt wel wat te zeggen, maar het blijft waarschijnlijk hannesen met het verfriesen van vreemde woorden.

Wat vooral verontwaardigde spot oproept, zijn de voorstellen over de klinkers van een aantal veelvoorkomende woorden. Ten eerste de tweeklank /iu/. Meestal schrijven we die als 'iuw', bijvoorbeeld in 'skriuwe' (schrijven) en 'liuw' (leeuw). Een uitzondering kwam echter boven tafel: in 'ieu' (eeuw) en bijvoeglijk naamwoorden als 'Hebrieusk' (Hebreeuws). Om 'honderd jaar' voortaan in plaats van 'ieu' als 'iuw' te schrijven scheelt slechts één letter, maar voor het woordbeeld toch een hele wereld van verschil.

Wat de oe-klanken in het Fries betreft: daar zijn er minstens drie van (de /u/, de /u:/ en de /u.ə/), die met twee tekens ('oe' en 'û') geschreven worden. De /u.ə/, in woorden als 'broer' en 'hoed', werd al altijd als 'oe' gespeld, en dat blijft zo. Voor de gewone /u(:)/-klanken

geldt binnenkort de volgende regel: als het woord in het Nederlands een 'oe' heeft, heeft het Fries een 'oe'; in alle andere gevallen heeft het Fries 'û'. In veel gevallen komt dit overeen met de bestaande situatie.

Maar ja, uitzonderingen... Wanneer je deze regel consequent toepast, moeten Friezen volgend jaar heel gewone woorden als 'droech' (droog), 'útnoegje' (uitnodigen), 'útnoeging' (uitnodiging) en 'spoek' (spook) op een nieuwe manier spellen. De 'û' met accent circonflexe is weliswaar een iconische, 'typisch Friese' letter, maar voorgestelde spellingen als 'drûch' en 'útnûging' doen mij als regelmatige Friesschrijver toch zeer aan de ogen.

De adviescommissie voor consistente 'leerbare' regels voor de bestaande Friese spelling streeft haar doel voorbij wanneer ze deze consistentie opdringt aan woorden waar een enigszins ervaren speller niet aan zou twijfelen. De naam van de Fryske Akademy, als een Académie Française, aan de officiële spelling verbinden klinkt mooi. Dat de Provinciale Staten het 'democratisch' legitimeren, is op papier prachtig, maar de spelling was op 24 april waarschijnlijk weinig meer dan een hamerstuk halverwege een legesverordening en een regeling over ganzen.

Maar of het nodig is, al deze moeite, onzekerheid, en in het ergste geval: boeken die er verouderd uit gaan zien door wéér een spellingswijziging? Nou, nee, een kleine taal als het Fries is als standaardtaal meer gebaat bij méér geschreven Fries in de openbare ruimte, en een betere plek voor Fries in het onderwijs. Daarbij zitten uit regelzucht opgedrongen nieuwe schrijfwijzen voor woorden als 'eeuw' en 'droog' de taal alleen maar in de weg.

*André Looijenga (*1982) woont in Groningen. Hij won in 2010 en 2012 het 'Grut Frysk Diktee'.*

Fryske Akademy plent leksikografyske genoside

De Fryske Akademy wol taalfariaasje útroegje. Der moat in ‘standert’ komme: in dúdlike oanwizing hokker wurd de standert is. En hokker oare wurden dat dus net binne. Dat moat allegear fêstlein wurde yn in ‘standertwurdlist’, sis mar it Fryske griene boekje.

Yn harren ‘Advys regeloanpassing Fryske stavering’ (Fryske Akademy, 18 jannewaris 2013) skriuwe Pieter Duijff, Frits van der Kuip en Anne Dykstra it folgjende: “Foar minsken dy’t it Fryskskriuwen leare wolle, jout in dúdlike standert hâldfêst en moed om troch te setten. Learlingen en studinten hâlde ek fan dy dúdlikheid. Dy hearre net graach dat *rûmte* goed is, mar dat *romte* ek wol kin. Fertel my wat ik brûke moat, en net wat allegear ek noch kin. Fan belang is wol om foar eagen te hâlden dat de term standert gjin wearde-oardiel ynhâldt. Romte is út soarte ek goed Frysk, wy prate allinne ôf dat wy rûmte foar kar nimme as standert.”

Anne Dykstra, dy’t ferantwurdlik is foar boppesteand taalútroegers proaza, komt grif út ’e Wâlden. Hy wol ‘rûmte’ ta de standert meitsje, op kosten fan ‘romte’. Dat is nuver, want sawol myn Zantema-wurdboek Frysk-Nederlânsk as it grutte Wurdboek Fryske Taal (WFT) jouwe ‘romte’ as de standert, en ‘rûmte’ as twadde mooglikheid. It kin wêze dat leksikograaf Dykstra hjir de skiednis efkes útwiskje wol op grûn fan nije ynsjoggen, mar wierskynliker is dat syn hiele projekt fan it oanwizen fan standertfoarmen by de namme neamd wurde moat dy't it fertsjinnet: it is leksikografyske genoside.

Wy prate allinne hielendal net ôf dat wy ‘rûmte’ foar kar nimme as standert, Anne. Wy prate al ôf dat ôfrûne woansdei de lêste kear wie dat de Fryske Akademy op eigen manneboet útstellen docht oer ús stavering en oer 'standert' wurden, dy’t dan ek noch oannommen wurde troch in Steatekommisje én de Steaten. Gelokkich is de definitive fêststelling pas takom jier.

Geplaatst door Abe de Vries op 04:05

Achtenearre hear Hanno Brand,

Der binne wat redenen om jo dizze brief te skriuwen. Jo binne krekt beneamd as waarnimmend direkteur fan de Fryske Akademy. Jo Akademy stiet faai yn ferbân mei plannen fan ien fan jo jildsjitters, de KNAW. En jo Akademy is fan doel om allerhanne nije regels út te feardigjen oer it skreaune Frysk. As dichter en skriuwer binne dat saken dy't my ek oangeane. Miskien dat jo, yn de tiid dy't jo jûn wurdt as waarnimmer, it neifolgjende yn jo omgean litte wolle.

"De Fryske Akademy is in ûndernimmend ynstitút dat wittenskiplik ûndersyk docht op it mêd fan de Fryske taal, kultuer, skiednis en maatskippij," dat is de earste sin op de thússide fan jo ynstitút. No't de FA dit jier 75 jier bestiet, is it faaks goed om der by stil te stean dat de takelist fan de FA ien grutte weilitting sjen lit, en dat betreft de literatuer. Jo wiene earst haad fan de fakgroep 'Skiednis en Letterkunde', lês ik. Mar dan wiene jo haad fan in spoekfakgroep. Want jo fakgroep docht al sûnt it fertrek fan Goffe Jensma nei Grins hielendal neat oan letterkunde. Jensma wie de iennichste en hy is net ferfongen.

Yn it fisitaasjerapport fan de KNAW (2009) wurdt steld dat dat oars moat. Mei oare wurden, de KNAW-kommisje easke fjouwer lyn al literêr ûndersyk fan de FA. Dy eask hat jo foargonger mar yn 'e wyn slein, miskien om't mei sok ûndersyk net folle ynternasjonaal prestiizje te winnen is? Wa sil it sizze. Konkreet is myn fraach: wat sille jo dwaan om te soargjen dat der oan de FA meikoarten wer literêr ûndersyk plakfine sil? De folgjende fisitaasjekommisje fan de FA stiet yn 2015 by jo ynstitút foar de doar, as ik it goed ha. Tiid genôch dus om dizze misser goed te meitsjen.

Wilens hat dyselde KNAW him ôffrege oft de FA noch wol yn de langetermynfyzje fan de KNAW past. Ja, dat soe ik my ek ôffreegje, as in ynstitút samar efkes in dúdlike opdracht neist him delleit. Wat ik eins like belangryk fyn: de hiele ellinde dy't jo ynstitút no wer oer de Fryske maatskippij ôfroppe sil mei syn útstellen ta nije staveringswizingen en it opstelle wollen fan in 'standertwurdlist' foar it Frysk. Mei troch niisneamde ellinde, en mei in fariant op de soargen fan de KNAW, freegje ik my ôf oft de FA noch wol yn de langetermynfyzje fan Fryslân past.

Hoe is it mooglik dat jo ynstitút mei – foar mannich taalbrûker – fiergeande útstellen komt sûnder foarôfgeand oerlis mei it 'fjild' fan taalbrûkers? Soks tsjut op in achterkeammerkeskultuer en makket op bûtensteanders de yndruk fan wrâldfrjemd hobbyïsme. Ik mei lije – en mei my yn alle gefallen aardich wat skriuwers – dat it jo slagje sil om yn it fierdere trajekt dat blykber ôfpraat is mei Provinsjale Steaten dy yndruk wei te nimmen.

Wat minder midsieuwen en wat mear moderne literatuer, dat sil de FA goed dwaan. Wat minder regelsucht fan boppe-ôf en wat mear oerlis, dat ek. Yn de hoop dat jo yn dy betsjutting in fruchtber ynterimskip hawwe sille, en mei de bêste winsken foar de Akademy, groetsje ik jo, en ûnderskriuw ik,

Abe de Vries

Geplaatst door Abe de Vries op 06:03

Hâld op mei dy Standertwurdlist!

Sneon 27 april 2013

In Standertwurdlist, bêst, as dy net mear docht as de staveringsregels yllustrearje. Mar wy krije no fan de Fryske Akademy in boekje dat net allinne in yllustraasje foarmet fan de staveringsregels, mar dat ek fertelle wol hokker dialektfoarmen wol en net goed Frysk binne. It gefolch is dat staveringshifkers aanst "gyng" en "gong" ferfange wolle troch "gie" en dat "romte" "rûmte" wurde moat. Dat is ûnwinsklik en boppedat is der gjin wetlike basis foar. Ik sil dy twa saken hjirûnder taljochtsje.

Dialektferskaat

Neffens de makkers fan it boekje "bliuwt it dialektferskaat gewoan bestean. Allinne op skrift sil der in standert ûntstean." Dy twa sinnen slute inoar út. It dialektferskaat bliuwt net bestean as der op skrift in standert ûntstiet. It dialektferskaat wurdt weromdrukt nei de sprektaal en dus lytser makke. De skriuwtaal wurdt in snoeide fariant fan de sprektaal èn in snoeide fariant fan de hjoeddeiske skriuwtaal. De Standertwurdlist as noarm ferfrjemdet de Friezen fan har eigen taal. No al binne der dialektfoarmen dy't net skreaun wurde, aanst wurde dat folle mear. Hoe kin ik oan myn studinten ferantwurdzje dat se takom jier net mear "gyng" skriuwe meie?

Miskien binne der learders fan it Frysk dy't ferlet ha fan dúdlikheid, mar wat kin dat skele? It dialektysk ferskaat is der no ienkear en kinst yn in boekje wol krekt dwaan as wie it oars, dat feroaret de praktyk net. In twongen kar tusken "woei" en "waaide" of tusken "populier" en "peppel" of tusken "lui" en "lieden" om it Nederlânsk makliker te meitsjen foar learders soe neffens my gjin minsk akseptearje. In heel stik libbene taal wurdt op skrift taboe makke.

De nije noarm falt boppedat folslein út 'e loft. Hy slút net oan by besteande noarmen, sa't dy te finen binne by de Afûk, yn learboeken Frysk op skoallen, yn de literêre praktyk of yn de wurdboeken fan de Fryske Akademy. Sa'n isolearre noarm is te wrâldfrjemd om funksjonearje te kinnen. Hy sil ferflokt of negearre wurde en in protte ferset oproppe.

Gjin mandaat

De makkers fan it boekje geane ek letterlik harren boekje te bûten. Provinsjale Steaten hawwe harsels (en foar de lienwurden Deputearre Steaten) it foech takend om in offisjele Fryske stavering fêst te stellen en koenen op basis dêrfan de Akademy freegje om in staveringslist te meitsjen. De kar foar in dialektnoarm hat lykwols neat mei stavering út te stean. Oer taalnoarm hat de provinsje neat te sizzen. Taalnoarm ûntstiet yn in maatskippij sels, troch de diskusje tusken dosinten, makkers fan learboeken en gâns oaren.

De Steaten kinne dan ek net tastean dat in staveringslist struktureel foarmen útslút dy't oant no ta goed Frysk wienen. Se bejouwe har dan op it mêd fan taalnoarm ynstee fan dat fan stavering. En dêr ha se neat oer te sizzen. Mar de Steaten binne nei alle gedachten likemin fan it ferskil tusken dy twa op 'e hichte as doetiidsk minister fan ûnderwiis Ronald Plasterk, dy't yn in televyzjepetear mei Helen de Hoop blike liet dat er de beskriuwing fan it gebrûk fan 'hun' as ûnderwerp fan de sin net ûnderskiede koe fan staveringsregels. Troch dy

ûnkunde by de Steaten kin de Akademy sûnder mandaat in nije taalnoarm oplizze.

Hâld dermei op!

Fryskskriuwend Fryslân wurdt aanst opskipe mei in Standertwurdlist dy't in nuvere en wrâldfrjemde noarm foarskriuwt, dy't it taalferskaat beheint, Friezen fan har taal ferfrjemdet en net-Friezen in falsk byld fan de talige werklikheid foarhâldt. Dy noarm wurdt oan de Fryske mienskip oplein mei in stimpel fan de provinsje derop, wylst dy net it mandaat hat om wat oars as stavering foar te skriuwen. Formeel is de dialektkar yn de list net mear as "in beroerd advys", mar dat sil de trochhinne Fries net fuortendaliks yn 'e rekken ha.

It is sneu foar alle wurk fan de Fryske Akademy, mar om my wurdt dit projekt stilset en begjinne de leksikografen mei in nij wurdboek Nederlânsk-Frysk. Dat helpt Friezen en Frysklearders by it skriuwen en praten fan it Frysk en draacht wol by oan it behâld fan de talige rykdom dy't it Frysk oer de ieuwen hinne garre hat.

Henk Wolf

Henk Wolf is dosint taalkunde en Frysk
en hat foar de Afûk staveringsfilmkes makke.

Feroarings yn Fryske stavering

28 april, 2013 - 16:09

Foar it earst sûnt 1980 wurdt de stavering fan it Frysk oanpast. Dat betsjut dat televyzje net mear mei in 'v' skreaun wurde moat, mar mei in 'f'. In wurd as 'droech' moat aansten mei in 'û'. De feroaring is betocht troch de Fryske Akademy. By de Akademy wurkje se oan in standert wurdlist. Doe die bliken dat in pear wurden ûnlogysk stavere waarden. Dêrom binne de regels op in pear punten oanpast en in oantal wurden feroare. Neffens de Akademy wurdt it makliker om Frysk skriuwe te learen.

Provinsjale steaten binne akkoart mei de nije stavering. De standert wurdlist moat soargje foar minder betizing oer de ferskillende farianten fan wurden dy't tastien binne. Wannear't de feroarings ynfierd wurde, is noch net dúdlik. De standert wurdlist is nei alle gedachten yn oktober klear.

http://www.omropfryslan.nl/nijs/feroarings-yn-fryske-stavering

Transkript fan radioynterview mei Anne Dykstra
Omrop Fryslân Radio, 28 april 2013

OF = ferslachjouwer Omrop Fryslân
AD = Anne Dykstra

OF:
Uteinlik giet dy feroaring mar oer in pear wurden, mar dy wurden komme der wol hiel oars út te sjen. No skriuwe je <útnoeging> noch mei in <oe>, krekt as <boer>, <boerd> of <toer>, mar dat mei daalk net mear, dan moatte je <útnûging> skriuwe mei in <û> mei in dakje en datselde jildt foar in wurd as <droech>. No moat dat noch mei <oe> en aanst mei in <û> mei in dakje. En der binne mear feroarings. Hjir by de Omrop sille wy bygelyks behoarlik wenne moatte oan it wurd <telefyzje>. No moat dat mei in <v>, aansen mei in <f> en dat komt allegear, omdat de Fryske Akademy yn opdracht fan de provinsje wurket oan in standertwurdlist, sis mar it Griene Boekje foar it Frysk. De taalkundigen, dy wienen der wakker mei oan 'e gong, mar dy ûntdutsen in probleem, seit Anne Dykstra:

AD:
"Doe't wy mei dy standertwurdlist út ein setten en de staveringsregels ris even goed beseagen, doe die bliken dat guon regels miskien wol doogden, mar of heel dreech wienen en dêrtroch net troch de brûkers oernaam waarden of dat der gewoan helendal net mei te wurkjen wie."

OF:
At je de âlde regels konsekwint folgje soenen, dan soenen je it wurd <poes> eins skriuwe moatte mei in <û> mei in dakje, mar dat gong de saakkundigen by de Akademy toch wat te fier, dus waarden de regels oan 'e iene kant wat feroare en oan 'e oare kant moesten de wurden oanpast wurde dy't dan noch hieltyd net oan 'e regels foldiene. Dat jildt dus foar it wurd <droech>, no noch mei <oe>, daalk mei in <û> mei in dakje. Mar ja ... <drûch> mei in <û> mei in dakje, dat sjocht der toch net út?

AD:
Ja, dat is in kwestje fan wennen. Dat is in kwestje fan wennen. At wy no it wurk fan Gysbert Japiks sjogge, dan sjogge wy dêr ek heel raar tsjin oan, mar at je even yn trochlêze, dan tinke je: "O, dit is syn systeem" en dan snappe je dat wol.

OF:
En <televyzje>, no noch mei in <v>, sa stiet it ek oeral by de Omrop, no moatte wy oeral plakkerkes oerhinne sette?

AD:
Ik wit net krekt hoe't dat by jim sit. It is wol sa dat minsken dy't yn oerheidstsjinst wurkje of yn 't ûnderwiis, dy binne aanst ferplichte om de nije stavering te folgjen. En dat is net oars as yn it Nederlânsk, dêr jildt deselde regeling foar. Yn it ûnderwiis sil dizze nije stavering, de nije standertwurdlist, ek de grûn wêze dêr't minsken it wurk fan studinten en learlingen op neisjen sille.

OF:
It doel is dat de nije Fryske stavering daalk makliker te learen is en dat der minder twivel is oer de ferskillende farianten: is it no <rûmte> of is it <romte>? Datsoarte fan dingen. Dat stiet aansen yn dy standertwurdlist. Yntusken bliuwe wy wol sitten mei in kastfol Fryske boeken mei de âlde stavering. Kinne dy no aansen it jiskefet yn?

AD:
Nee, hear. Dat is net sa. Dat hearre je wol faak, fan "Hoe moat it dan mei al dy boeken", mar wy hewwe al safolle staveringswizigingen hân yn it ferline, yn it Frysk, yn it Nederlânsk, yn alle talen is it sa. Al dy boeken, dy hewwe har wearde noch en al dy boeken kenne je ek noch wol lêze. It is net sa, en foaral no net, dizze kear net sa yngripend dat dêrtroch eardere boeken no sûnder wearde binne.

Beropsfriezen ride benz

Ferdinand de Jong

Sa. Dit is him dan.

Sjoch, ôfrûne wike krigen wy as Friese Pers Boekerij skriuwers it oersjoch fan de ferkeap fan ús boeken. No hie ik dêr yn 't foar al in tige goed gefoel oer. Op Facebook die wol bliken dat oare Fryske skriuwers ek út de skroeven wienen oer de ferkeapsifers.

Ik ha doe mar in opsje naam op in nije Benz. It each wol ek wat, no? In slach troch de showroom, klompen oan en in suterige jas mei in fize broek. Dy ferkeapers woenen my der wol út sjen. Mar wij laten ons niet verhoedoeken, doe't nei in kertier immen mei in kniper op 'e noas op my takaam en mei hege stim frege wat ik dêr moast, sei ik: 'Doch my dy grize mar.' Ha jo noch nea immen sa fluch feroarjen sjoen. Oft ik ek kofje woe en sa mear. Ik sei: 'Nee, der moatte noch wat Drachtsters bedobbe wurde, dus dy kofje dogge we in oare kear mar.'

Marreh... Mei jim him wat lije? In wûnder, hear. De rutewiskers begjinne út harren sels, de ljochten knippe oan en ik koe de hânremme net fine. Mar fierders wol in aardich karke.

Ik fyn dat Fryske skriuwers eins allegearre sa'n Benz fan Jannewietske krije moatte. Wy binne dwaande om tsjin wynmûnen te fjochtsjen as it om yn stân hâlden fan it Frysk giet. No wolle dy typkes fan de Fryske Akadeemje wer dat wy Rebûlje skriuwe ynstee fan Reboelje. Sis no sels, it stiet dochs as in flagge op in strontpream?
En al dy juffers en masterkes op de skoallen? Se kinne de tiidwurden amper goed sizze, lêze en skriuwe kinne jo ek wol op in sêft sin sette. Wurde harren ek nochris nije staveringswetten oplein.

En myn Fryske wurdboeken dy't ik in jier lyn krigen ha? Sit dêr ek noch garânsje op, FA lju? Ik wol heal jild werom ha, dan meie jim se yn de kelder sette.

Wurdt no aanst as machtsmiddel sein: 'As de nij skreaune Fryske romans net oan de nije staveringseasken foldogge jouwe wy as provinsje gjin subsydzje mear?'

Ja, as jo in distibúsjeriem ferfange litte moatte, krije jo by de measte garaazjes in âld gebakje mei. By guon is dat wat oars. Dêr komme de bobo's, dy't mei neat minder as in nije ruilauto genoegen nimme. Djoerbetelle beropsfriezen en sa. Ik kin my no wol yntinke wêrom't dat dreech út te roeien is. Sa'n auto rydt hearlik.

Oan de ein fan de middei is myn gebakje wer klear. Dan lit ik de opbringst fan myn skriuwerij plus rinte op rinte efter yn It Feen en daal wer ôf nei it needrige plak dêr't wy as skriuwers hearre. Op in plak dêr't jo krewearje foar it Frysk en der gjin flikker oan oerhâlde. Nije wurdboeken moatte der komme, ik sil fêst begjinne mei sparjen.

Of nea wer in boek skriuwe. Is ek in opsje.

Klink dan en staverje

Klink dan en staverje Fier yn it rûn (roun, roen) Dyn âlde eare O Fryske grûn (groun, groen)

It Fryske folksliet, yn dit gefal mei in knypeach. Oftewol, it is wer ris reboelje yn it Fryske lân fan de letterkes. De Fryske Steaten hawwe it oandoard en feroarje wat oan de stavering. Je kinne oan in man syn gemachten sitte, in frou oan har kont, mar fan 'ús' stavering bliuwe je ôf, sa klinkt it rûnom.

Underwilens slacht in hânfol Fryske skriuwers op 'e tromme. Wêr't de krityk him by de ien rjochtet op it tastânkommen fan in Grien Boekje of de kwaliteit fan de demokrasy yn Fryslân *('stimfee!')*, dêr fynt in oar dat mei in wiziging alles wat oant no ta skreaun is der yn ien klap ferâldere útsjocht, wylst nûmer trije him ôffreget oft de Fryske Akademy neat betters te dwaan hat. Elkoar op de skouders om huffend en stoer roppend dat 'wy' de nije regels boykotte sille, tûmelje de kritisy op ynternet oer elkoar hinne: guon kinne mei in bytsje ta as it giet om in goed gefoel oer harren sels. Mar is al dy ûnfrede wol terjochte?

Wat opfalt is dat de krityk mar net echt ynhâldlik wurde wol. Want fansels hat de Fryske Akademy net folle betters te dwaan, de stavering sit yn it takepakket, fansels is de beslútfoarming hjir demokratys, sels Fryslân wurdt neffens de Grûnwet bestjoerd, fansels sjocht in ferâldere stavering der ferâldere út, mar hâldt dat dan yn dat je sa'n tekst net mear lêze kinne? Of dat de ynhâld der dan minder ta docht?

Nijsgjirrich fyn ik de reaksje fan dichter en Gysbert-winner Abe de Vries. Lykas oaren ferset er him ek tsjin elke wiziging, fral as dy bedoeld is om de stavering te ferienfâldigjen. Dêryn sjocht er de tiidgeast werom, in tiidgeast dy't er fersmyt: maksimaal resultaat tsjin in minimale ynspanning. It hoecht allegear net fuortdaalks maklik te wezen. Dêrmei ferklearret er, bedoeld of ûnbedoeld, it staverjen ta eksklusyf terrein foar minsken mei in hegere oplieding, want dat is dan de konsekwinsje fan dy gedachte. Stel je foar dat lju mei VMBO de stavering ûnder de knibbel krije soene, dêr kin noait folle goeds fan komme, sokssawat.

Lykwols, oan de oare kant fan de troch De Vries yn sân hasten dolde slotgrêft is ûnderwilens in tsjinoerstelde beweging sichtber. Troch de opkomst fan ynternet en sosjale media is der noch noait sa'n soad skreaun as hjoeddei en dan ek noch krekt troch de groepen foar wa't in korrekte stavering net fanselssprekkend is. Likegoed skriuwt elk der fleurich op los. Taalvauten? Gjinien makket him of har der drok om, oare kant grêft, de taal wurdt halje-trawalje demokratisearre, ek it Frysk: *'Dot fien ik ek!'* It giet derom dat men elkoar begrypt en dat slagget, regels of net. De praktyk bewiist dus dat regels eins folsleine ûnsin binne.

Dêrom bin ik der foarstanner fan om al dy regels oan 'e dyk te setten, te begjinnen yn proeftún Fryslân. Soene dêr werklik grutte rampen fan komme? Ik leau der gjin byt fan. Wat hoe'tst it ek draaist, de ienfoarmigens dy't no troch regels ôftwongen wurdt, sil by totale frijheid wier net ferlern gean. Skriuwe dochst ommers foar oaren mei as doel om begrepen te wurden, dus dêr soargest dan wol foar troch dyn persoanlike regeltsjes oan te passen. Bykommend foardiel is dat yn de skoallen moai wat tiid frijkomt, tiid dy't bestege wurde kin oan de kreative fakken, want dat ûnderdiel hinget der tsjintwurdich frijwat fertutearze by troch de prestaasjedrang fan de oerheid.

Fansels is myn suggestje tweintich brêgen te fier, wy moatte it der dus mar mei dwaan. Underwilens snap ik bêst dat in foarstelde wiziging by guon foar wat ûnrêst soarget, al stelle dy wizigings it measte net foar en komme se del op in konsekwintere tapassing fan al besteande regels. Wat dat oanbelanget kin ik hjir as skoalmaster min op tsjin wêze, al wie it mar om't in konsekwintere tapassing derfoar soarget dat minder maklik learende bern (en

spitigernôch ek al dy masters en juffen dy't der op dit mêd gjin hout fan bakke) wat mear gryp op de saak krije kinne. Wat dat oanbelanget soe ik der ek foar wêze wannear't de fossile k fan logysk no ris oprêden wurde soe. In stik logiser, liket my, ik brûk him al jierren net mear, ek net yn myn boeken.

In oar ferhaal is it mei de no foarstelde Standertwurdlist, dy't men ek meinimme wol yn it nij te ferskinen Griene boekje. Dat hoecht om my net. Wa hat betocht dat bygelyks 'rûmte' de foarkar hat en 'romte' net? Wylst beide wurden geef Frysk binne?

Ta beslút in wurd fan treast foar de tsjinstanners fan de no oannommen wizigings. Taal feroaret altyd wer, sa frjemd is dat net. Dat fêste brûkers even tiid nedich binne om te wennen oan nije wurdbylden moat dan mar foar leaf nommen wurde. Ik soe my pas echt soargen meitsje wannear't it Frysk noait mear feroarje soe. Sa'n taal is nammentlik kroandea. Wês dus mar bliid dat de Frysk stavering noch oanpast wurdt, fernijing is in teken fan libben.

(Koos Tiemersma)

Totalitêre taalbazen?

Posted by **André Looijenga** on 29/04/2013

Ik bin bliid dat der dit wykein einlings in bytsje opskuor ûntstien is oer de *Nije Stavering* en oer de *Standertwurdlist*. Lit myn miening dúdlik wêze: de leksikografen fan de Fryske Akademy binne fierste fier gien yn it konstruearjen fan in stavering dy't har doel foarby sjit, en fan in taalnoarm dy't net oerienkomt mei it Frysk fan ús hjoeddeiske literêre tradysje!

Te'n langen lêste hat de Omrop it nijs oer de nije stavering opheind. Hjir **in linkje nei it berjocht** op harren webside. Der is in koart petearke te hearen mei Anne Dykstra, fan de Akademy. Djip dollet it petearke oars net.

Der is lykwols folle mear oan 'e hân as in ûnnedige oanpassing fan ús stavering. (Ik sis mar efkes *ús* stavering; wat doel en wat rjocht hawwe Akademy en Steaten oars ús harren likegoed subjektive standerts op te twingen!?)

De Standertwurdlist sil nammentlik ek in rjochtline wurde tsjin it dialektferskaat sa't dat binnen ús ynformele Fryske standerttaal bestiet. Dêrby liket it derop dat de Standertlist gauris yngean sil tsjin wat in grut part fan de Fryskskriuwenden as foarkarsfoarmen sjocht. De kommisje fan de Fryske Akademy skynt blykber de foarkar te jaan oan 'rûmte' boppe 'romte'. Deselden ûnder jo dy't it *Frysk Hânwurdboek* kinne, dat troch likernôch itselde team gearstald is, sil dy foarkar foar 'Wâldsk' klinkende farianten net ûnbekind foarkomme.

Lês oer dizze temûke oanslach op de Fryske skriuwtaal foaral ek **dit stik fan Henk Wolf** op *It Nijs* en **dit stik fan Abe de Vries**.

Frije Fryskskriuwers, lit ús ús taal net diktearje troch bemuoisuchtige saakkundigen, dy't better bettere wurdboeken skriuwe kinne ynstee fan Nijfryske wetsteksten!

Soene jo, as Fryske media, nijsgjirrich wêze nei de miening fan in engazjearre taalbrûker dy't de stavertradysje en de leksikale rykdom fan it Frysk ferdigenje wol, dan fine jo myn kontaktgegevens ûnder it kopke ***Oer dit blôch***.

Moandei, njoggenentweintich april 2013.

Daam de Vries
Nûging fan de iuw

Goed nijs foar de 17% fan de Friezen dat oanjout Frysk skriuwe te kinnen: hja wurde nûge dat noch folle faker te dwaan mei't de útfining fan de iuw soks in stik makliker makket.

De polityk hat op ynstigaasje fan lju dy't it witte kinne de regels oanpast dat it is no appeltje-eitje. En dat wie it net. Dat sil ek de reden wêze dat út de wittenskiplike ûndersiken net dúdlik wurdt wat a) it nivo fan it Frysk fan dy 17% is en b) hoefolle fan dy 17% ek min ofte mear geregeld Frysk skriuwe as wy alteast de sinteklaasgedichten net meirekkenje.

Ut myn eigen ûndersyk dat benammen op waarnimming basearre is rûs ik dat wy op sa'n 10.000 Fryskskriuwers komme op in nivo sa dat de skriuwsels noch wat op Frysk lykje.

En dat moatte fansels mear wurde wat hiel wol kin. Jo moatte no ienkear wolris in dûbeltsje útjaan om in kwartsje te fertsjinjen. Mislearje kin it ek, dan is it dûbeltsje poater. As soks yn it foar bekend is, is it ta weismiten keard.

No bin ik gjin kwartsje wurdich mar yn dizze klucht al poater en mei my in moai soad oaren fan dy 10.000 as ik de net oeribel soad reaksjes yn it fjild besjoch. Dat jout daliks oan hoe grut dat fjild is. Mooglik sit ik mei dy 10.000 wat oan de hege kant.

It wurdt in djoer dûbeltsje. Alle skreaune – al of net op papier fêstleine – Frysk fan nei 1980 kin by de dyk. Ik neam ien foarbyld: de basisskoallen binne krekt dwaande (alles op syn tiid) de metoade Studio F yn te fieren dat dy't dy metoade brûke hawwe betreklik nije boeken. Itselde jildt foar Freemwurk. Opromje dy rotsoai. Leararen allegearre op byles en nij guod oantuge.

Kosten?

It measte wurk dêrmei anneks sil de Afûk dwaan moatte. Mar fan dy kant hearre wy neat al sil de direksje wol in bestjoersgearkomste yn tarieding hawwe dêr't syn opslach yn oan de oarder steld wurde moat om't er no ek ferantwurdlik dis foar it 'by de tiid bringen fan dit en dat'. En fansels al wer wat subsydzje ynklaud hat.

As alles no wat yn de fleur wie, koe ik frede ha mei in staveringswiziging al hie dy fan 1980 om my ek al net hoecht. Sa't it lân der no lykwols hinne leit is it foar in Frysk learder folslein ûnmooglik in korrekt wurdbyld op te bouwen en dêr sille dizze nijste kluchten neat oan feroarje.

Stek it jild leaver yn it ûnderwiis, yn klups lykas Faceboek, Hyves (as dat noch bestiet) en Twitter. Mar doch dat dan al mei wat hjoeddeistige oersettings en net op de mear as banale wize sa't it no hjir en dêr stal jûn is.

Want dan bliuwe wy mei dy 10.000 oan it bystellen. Oant wy turfe kinne wa't fan de Bûterhoeke te Ljouwert aanst mummifisearre yn it Lân fan Taal lizze. Om't se te djoer west hawwe om te bedobjen.

Bedobje? Dat is de nije stavering foar begrave. En de betsjutting is ek feroare. It hat no mear fan paad sljochtsjen. It paad nei meartaligens sadat de al lang wenstige praktyk by û.o. de Afûk om tsjin elk dy't gjin Frysk praat Nederlânsk te jeuzeljen ta noarm ferheven wurdt en it skreaune Frysk aanst allinnich noch brûkt wurde sil foar saken dy't yn it Nederlânsk al in súkses wiene.

Wis, der binne in stik as 25 (?) man/frou dy't har op Facebook en wat oare plakken hearre litte. Ik tink dat fierwei it grutste part fan dy oare 9.975 der krekt-en-gelyk oer tinke.

Dat espeltsje lju kin aanst troch de polityk moai del set wurde as folk dat oan âldfrinzige saken fêsthâlde wolle en net sjen wol hoe goed de provinsje har bêst wol net docht en dêrom knoarren jild ynvestearret yn de útfierdersketen oan de Bûterhoeke dêr't se ek al wer útrekkene hawwe dat om dy mummy's wat knap te bewarjen it Lân fan Taal yn minder as in healjier tiid al wer in miljoen as wat djoerder útfallen is.

Foar de goede saak.

Sjoch foar in oanfolling op dizze kollum op it webloch fan Daam de Vries

Afûk-direkteur foar staveringswiziging

TIISDEI 30 APRIL 2013

De direkteur fan de Afûk, Koen Eekma, seit tsjin Omrop Fryslân dat der in 'h' yn 'hjir' skreaun wurdt, om't wy him hearre. Hy seit ek dat wy 'kalmoes' tenei mei 'oe' skriuwe moatte, om't dat wurd út it Hollânsk komme soe. Beide útspraken binne net wier. De 'h' is etymologysk, sa't ek yn it lesmateriaal fan de Afûk stiet en 'kalmoes' is in Latynsk wurd, dat tafallich yn it Hollânsk en yn it Frysk bedarre is.

Eekma docht syn útspraken om dûdlik te meitsjen wêrom't er foarstanner is fan de staveringswiziging dy't de Fryske Akademy útsteld hat. Neffens de direkteur kleie Hollanners deroer dat Fryske wurden faak op trije manieren skreaun wurde kinne. De staveringswiziging soe dat probleem oplosse.

Moarn yn it Friesch Dagblad: Earme geveltsjeprovinsje

Moarn yn it *Friesch Dagblad* in **Skroeier** oer de nije staveringsregels, by neare nacht en hurde wyn oannommen troch Provinsjale Steaten. De ôfrûne wike is der in protte ferset tsjin kommen, benammen út de skriuwerswrâld. Dat ferset rjochtet him ek tsjin it ûnhillige idee fan de Fryske Akademy om in 'standertwurdlist' gearstalle te wollen, dy't foar amtners ferplichtsjend fêststelt hokfoar wurden de 'standert' binne. Mar earst de stavering:

"Dizze staveringshokuspokus dêr't gjin woltinkend minske op sit te wachtsjen, komt by de Fryske Akademy wei. Dy wol graach in Fryske wurdlist gearstalle, in 'grien boekje', dat ús leare moat hoe't Fryske wurden stavere wurde moatte en wat de 'standert' wurden binne. Blykber is in gewoan wurdboek foar dat doel net genôch. Blykber is it ûnbidige, mear as tweintich dielen tellend Wurdboek Fryske Taal (WFT) net gaadlik foar dat doel. Spitich oars, want it is online beskiber en elk kin it dus brûke.

Wêr helje PS it lef wei om op grûn fan in adfys fan in net-funksjonearjend ynstitút – de direkteur mocht ferline wike permanint thúsbliuwe – en sûnder hokfoar maatskiplike diskusje ek efkes gau myn taal feroarje te wollen? Wylst se it brûken fan it Frysk op de ynternetsite fan de Provinsje net ôftwinge doare? Earme geveltsjeprovinsje."

Abe de Vries

Earme geveltsjeprovinsje

Abe de Vries

By neare nacht en hurde wyn hawwe Provinsjale Steaten efkes wat staveringswizinkjes goedkard en der is noch mear op kommendewei. De belangrykste wiziging is yn de stavering fan wurden mei in –û of in –oe: "Koarte en lange û-lûden wurde tenei skreaun as 'oe' as dat ek bart yn de Nederlânske oersetting fan in wurd en yn de doetiid fan tiidwurden. Yn oare gefallen wurde se as 'û' skreaun."

'Spoek' wurdt dus 'spûk'. En 'útnoegje' wurdt 'útnûgje'. 'Brûkte' wurdt 'broekte', as ik it goed begryp. (Ik hoopje mar dat ik it mis ha.) Yn in pear wurden feroaret de –v yn in –f ('telefyzje') en de –z yn in –s. En 'ieu' wurdt 'iuw'.

Dizze staveringshokuspokus dêr't gjin woltinkend minske op sit te wachtsjen, komt by de Fryske Akademy wei. Dy wol graach in Fryske wurdlist gearstalle, in 'grien boekje', dat ús leare moat hoe't Fryske wurden stavere wurde moatte en wat de 'standert' wurden binne. Blykber is in gewoan wurdboek foar dat doel net genôch. Blykber is it ûnbidige, mear as tweintich dielen tellend Wurdboek Fryske Taal (WFT) net gaadlik foar dat doel. Spitich oars, want it is online beskiber en elk kin it dus brûke.

Wêr helje PS it lef wei om op grûn fan in adfys fan in net-funksjonearjend ynstitút – de direkteur mocht ferline wike permanint thúsbliuwe – en sûnder hokfoar maatskiplike diskusje ek efkes gau myn taal feroarje te wollen? Wylst se it brûken fan it Frysk op de ynternetsite fan de Provinsje net ôftwinge doare? Earme geveltsjeprovinsje.

De wizigingen binne goed foar guon dy't de taal leare wolle, wurdt sein. Se meitsje de taal 'logysker'. Och ja, dêr komt de tiidgeast om 'e hoeke: safolle mooglik risseltaat mei sa min mooglik ynspanning. Want leare, dat is dreech. Dat mei in nije stavering al dy tûzenen minsken dy't al Frysk lêze kinne, no konfrontearre wurde mei wurdbylden dy't har tsjinsteane, wat soe it? 'Collateral damage' is akseptabel, sjoen it goede doel.

Meikoarten sil it Nederlânske wurd 'boek' miskien wol ferfongen wurde troch 'book', dat slút ommers better oan by de hjoeddeistige taalnoarm en is ek folle makliker te learen foar de bern. Dan sil it Fryske 'boek' dus feroare wurde moatte yn 'bûk', mar miskien kin de nije taalstaverders it yn har omgean litte om yn dat gefal ek mar it Ingelsk te folgjen. Wachtsje noch mar efkes mei it printsjen fan de standertwurdlist, goed?

Achte Steateleden,

De wiziging fan de Fryske Steatestavering fine wy in min plan. Folle slimmer fine wy lywols de plannen foar in Standertwurdlist. Dy fertelt ús net allinne hoe't wy wurden skriuwe moatte, mar ek dat wy bepaalde wurden tenei net mear brûke meie.

Dat "meie" moatst letterlik nimme. De list wurdt in ferplichte standert foar elk dy't yn it ûnderwiis en by de oerheid wurket. Wy moatte ús learlingen/studinten aanst fertelle dat se har eigen Frysk net mear skriuwe meie, om't de Akademy "rûmte" better fynt as "romte". Fan elk fan de folgjende pearen is aanst mar ien mear goed: "ik gie/gong/gyng", "rûmte/romte", "ljedder/leider/ljerre", "bûge/bûgje". Hokker? Ik soe it net witte.

Oerheden dy't it gebrûk fan wurden ferbiede, dy kinne wy út Frankryk, dêr't amtners gjin lienwurden brûke meie. Of út Switserlân, dêr't de Retoromaanske oerheidsstandert Rumantsch Grischun algemien hate wurdt. Sokke oerheidsnoarmen binne wrâldfrjemd, der wurdt om lake en se roppe ferset op. Taalmienskippen meitsje har eigen noarmen wol. En de Fryske mienskip hat dat dien; der is in noarm dy't folop funksjonearret yn it skriftlike Frysk. En dy stiet yndied wat fariaasje ta. Dat is net nuver. De Nederlânske standert docht dat ek, mei bygelyks pearen as "het waaide/woei", "zeker en vast / vast en zeker", "dat hij getrouwd is / is getrouwd", "sinaasappelsap/appelsiensap", "museums/musea" ensfh.

De Steaten meie ús sa'n noarm boppedat helendal net oplizze. Se ha oait it rjocht naam om in offisjele stavering fêst te stellen. Oer in ferplichtsjende taalnoarm is noait praat, dy wurdt no gewoan "meismokkele" yn de staveringswiziging. In oerheid dy't wurden ferbiedt stiet bûten elke Fryske en Nederlânske juridyske tradysje. In staveringslist mei in stimpel fan de provinsje Fryslân moat neat oars dwaan as de staveringsregels yllustrearje. Hy moat ús fertelle hoe't wy it wurd "romte" skriuwe moatte, net dat wy it net brûke meie.

Mei freonlike groetnis,

út namme fan de ûndersteande taalbrûkers
Henk Wolf

Babs Gezelle Meerburg (letterkundige, dosinte), Ate Grypstra (skriuwer en dosint), Ruurdtsje de Haan (skriuwster), Eeltsje Hettinga (skriuwer), Aukje-Tjitske Hovinga (profesjoneel tekstskriuwster), Sibe Jan Kramer (ûntwerper), André Looijenga (literêr redakteur en mearfâldich winner Frysk diktee), Elske Schotanus (skriuwster), Abe de Vries (dichter, winner Gysbert Japicxpriis), Henk Wolf (taalkundige, dosint).

Wêrom ‘droech’ tenei as ‘drûch’ skreaun wurdt

Anne Dykstra

Mei de komst fan ’e Standertwurdlist Frysk moatte guon wurden aanst oars skrean wurde. Dêr sil raar tsjinoan sjoen wurde, lykas kolumnist Abe de Vries juster skreau.

Eftergrûn

De rop om in ‘Grien boekje’ is oppikt troch de provinsjale polityk en dat is útrûn op in opdracht fan ’e provinsje Fryslân oan ’e Fryske Akademy om sa’n boek gear te stallen. Dat wurdt de Standertwurdlist Frysk, in list dy’t wurden yn ’e krekte stavering jout en tagelyk noarmearret. Dat lêste wol sizze dat keazen wurdt tusken farianten: ‘ûnder’ yn stee fan ‘onder’, ‘stie(n)’ foar ‘ston’ en ‘jûn’ foar ‘joon’. By dy kar wurdt hieltyd rekken holden mei de standert dy’t op skrift al bestiet.

De Standertwurdlist Frysk is de kearn fan in breder projekt dêr’t de Fryske Akademy oan wurket, ek yn opdracht fan ’e provinsje, nammentlik it online Taalweb, dat bestiet út in nije Fryske staveringshifker, in automatyske oersetter Nederlânsk-Frysk en oarsom, en in wurdboekportaal, dêr’t alle resinte wurdboeken en wurdlisten fan ’e FA fergees yn oanbean wurde sille. De staveringshifker komt as plugin beskikber foar Word. Brûkers fan oare tekstferwurkers kinne terjochte op Taalweb.

Elk dy’t twifelet oan ’e stavering fan in beskaat wurd kin dat aanst opsykje yn ’e Standertwurdlist. It soe kinne dat in brûker mistaast, want it is prinsipieel ûnmooglik om alle wurden yn hokker list dan ek op te nimmen. Yn dat gefal moatte de staveringsregels foar it Frysk útkomst biede. Dy staveringsregels wurde ek opnaam yn ’e troch de provinsje fêst te stellen Standertwurdlist.
De regels foar de stavering fan it Frysk foarmje dus in essinsjeel ûnderdiel fan ’e Standertwurdlist. Sûnder dúdlike en konsistinte regels is it ommers ûnmooglik om in list fan goed stavere Fryske wurden oan te bieden. It Frysk hat al fan 1879 ôf staveringsregels, yn 1945 binne dy oanpast en yn 1976 barde dat wer. Dêrnjonken binne yn 1982 noch apart regels fêststeld foar de stavering fan frjemde wurden yn it Frysk. Dy lêste beide regelingen binne troch Provinsjale en Deputearre Steaten fan Fryslân fêstlein. Ut soarte moasten dy offisjele regelingen de basis wêze foar de Standertwurdlist. Krekt om’t dy list de wurden ûndûbelsinnich yn ’e goede stavering jaan moat, waarden wy der ta twongen om alle gefolgen fan ’e regels troch te tinken. Wy kamen der sa achter dat der ynkonsekwinsjes yn ’e regels en it tapassen dêrfan sieten.

Ik nim hjir as foarbyld de besteande regel foar it lange en koarte û-lûd, as yn ‘slûs’ en ‘rûk’. Dy lûden wurde altyd as ‘û’ stavere, behalven as sy tebekgean op in Aldfryske lange ‘o’, dan moat it lûd mei ‘oe’ stavere wurde. De regel ûnderstelt dus kennis fan it Aldfrysk, dy’t de trochsneed Fryskskriuwer net hawwe sil. At wy de regel tapasse komme wy op apartichheden. It Fryske wurd ‘boek’ wurdt neffens de regels mei ‘oe’ stavere, want der is in Aldfryske foarm ‘book’, dus komt de útsûndering op ’e regel yn wurking. It wurd ‘poes’ falt net ûnder de útsûndering, want wy witte net fan in Aldfrysk ‘poos’. Fan gefolgen moatte wy de namme fan dat bist, at wy de regel folgje, as ‘pûs’ staverje. Yn ’e praktyk hâldt nimmen him oan ’e regel, elkenien skriuwt ‘poes’, en wy wolle dat sa hâlde.

Wy hawwe dêrom oan ’e Steaten útsteld om de regel oan te passen ta: ‘It koarte en it lange û-lûd wurdt yn it Frysk stavere as ‘û’. As it dúdlik oerienkomstige Standertnederlânske wurd lykwols in ‘oe’ hat, dan hat it Fryske wurd dat ek.’ De Fryskskriuwer hoecht no gjin kennis fan it Aldfrysk mear te hawwen, en de regel slút oan by in staveringstradysje: ‘poes’ bliuwt ‘poes’. It gefolch fan de nije regel is al dat wy yn sa’n fjirtich oare wurden wol ôfwike moatte fan ’e tradysje. De measte dêrfan komme sa komselden foar dat sy gjin problemen opsmite sille.

Der sitte lykwols ek in pear frekwinte wurden tusken. De opfallendste binne wol ‘droech’ en ‘noegje’, dy’t neffens de nije regel as ‘drûch’ en ‘nûgje’ skreaun wurde moatte. Dêr sil raar tsjinoan sjoen wurde, mar alles ôfwaagjend hawwe wy dochs miend om oan ’e Steaten út te stellen om dizze oanpassing yn ’e staveringsregels oer te nimmen. De ûnhâldberheid fan ’e besteande regel, dy’t ta ‘pûs’ laat, en it belang fan in dúdlike nije regel hawwe dêrby in grutte rol spile.

Om de proseduere sa transparant mooglik te hâlden hat de FA alle wizigingsútstellen earst hifkje litten troch saakkundigen, dêrûnder de Nederlandse Taalunie, dy’t ferantwurdlik is foar it Groene boekje. De provinsje hat de útstellen ek troch trije eksterne saakkundigen hifkje litten. Dêrnjonken hat de FA letter yn twa ynformearjende gearkomsten fan Steatekommisjes de oanpassings taljochte. Provinsjale Steaten hawwe dat in foldwaande basis fûn om de útstellen fan ’e FA oer te nimmen. Mooglik hat dêrby meispile dat nimmen gebrûk makke hat fan it rjocht om yn te sprekken.

Anne Dykstra wurket by de Fryske Akademy

IT EACH FAN EELKE
02 05 13

Staveringskontrole. It automatysk neisjen litte oft je de Fryske wurden, dus net Hollânske want dan hiet it spellingscontrôle, dus at jo de Fryske wurden yn jo kompjoeter wol goed yntypt ha. Nee, want ik ha kompjoeter mei o-e yntypt en it moat mei u-kapke. Teminsten sa komt it, of is it al sa, ik wit it eins net. Folsleine betizing, mochten dy wurden aanst noch foarkomme op de wurdlist, in soarte Griene Boekje dat de Fryske Akadeemje útbringe sil, want it skynt sa te wêzen dat se it mear hollânske wurd yn in frysk jaske brûke sille en dan is it dus totale ferwarring. Earst efkes histoarje en dan makket it net út hoe't ik it skriuw of sis, want Gysbert Japicxendy betochten sels in stavering, sa't Henk van der Veer dat no mei it Snitsers docht. Yn 1879 kaam de selskipstavering, de Friezen wiene doe sa: at dy pear minsken dy't sa no en dan frysk skriuwe dat op deselde wize dogge, kin je elkoars stikken ek noch lêze. De Fryske staveringsAkadeemje waard oprjochte yn 1938 en hat der dêrnei in bende fan makke. Se kamen al yn 1945 mei in nije stavering mar moasten sân jier letter tajaan dat de Fryske taal folstut waard mei saken wer't de Akadeemjelju noch nea fan heard hiene, bygelyks it wurd tillefyzje. Dy tillefyzje kaam yn 1950 dus kaam de Akadeemje yn 1952 mei in list mei frjemde wurden, telev-yzje. Mar no komt it, de Fryske Steaten woene foech oer it Frysk, dus dy namen yn 1969 de ferantwurdlikens foar de stavering. De akadeemje mocht advys jaan. No doe krigen we likegoed dat gedonder oer in proefstavering, en yn 1980 kaam er dan in nije stavering, mar it duorre oant 1982 foar't de steaten dy goedkard hiene, want wy mochten allegear meiprate, no dat koenen we. Yn it einoardiel waard it dus in CDA-stavering, alle skerpe kantsjes wiene der wer ôf. Ik wit noch dat skriuwer Douwe Tamminga as bysûndere deputearre, omt Mulder der net útkaam, foar twa dagen himsels yn de striid smiet. As swierste waard de h foar wat fuortsmiten. No en de Akadeemje kaam tuskentroch hieltyd noch wer mei nije fryske wurden, want de stojiske moast noch al útfûn wurde. Mar no is der staveringskontrole, en je kin je sa no en dan wol fernuverje hoe't in neffens jo o sa moai skreaun frysk wurd dochs oanpasse moasten, mar it is dúdlik. It is dan ek folstrekt ûndúdlik dat de ferantwurdlike foar de stavering Jannewietske de Vries, it no presteard hat om de stavering dochs wer sadanich te wizigjen dat de Fryske skriuwers en skriuwsters no massaal hara kiri plege woenen, mar se witte net hoe't soks no yn it Frysk stavere wurde moat. Je sels tekoart dwaan is ek sa'n frjemd eufemisme. Mar werom nei dy deputearre, dy hat it ek noch stiekem dien, alteast we ha neat murken. Se hat earst in soarte opdracht oan de Akademy jûn, mar dy wie sa opstelt dat no't dy opdracht oannaam waard de nije staveringslist fan de Akadeemje ynienen de nije stavering is. Dus wy meie der hielendal net iens oer meiprate. Mar dy list komt yn oktober of sa út en we witte net iens oft it dan yngiet, of op 1 jannewaris of at Jannewietske ôfskied nimt as deputearre, we witte neat. En ferline wike is de direkteur fan de Akadeemje mei stúdzjeferlof stjoerd, mei u-kapke, want dy woe eins noch wol wat diskusje. Mûle snoerd. We witte inkel dat we ús hiele wurkseme libben droech mei oe skreaun ha en dat soks no drûch mei u kapke wurdt en dat wie sels foar 1982 net sa. It wurdt leau'k allegear wat logysker, want rûch skreauen je al mei u-kapke. En dat tillefyzje mei in f wurdt is ek net slim, want fyzje wie ek al mei in f. Mar dy salige diskusjejûnen, want we koene jûnen lang oer sa'n f kedize, se bin der net mear. Pagina's yn de Ljouwerter oer u-kapke. Gjin wurd mear. We krije in nij listje, de beslissing is al naam, hupstee alles wer feroarje. Dat twingende, ja dat giet my te hurd. Mar ja ik sis ek al 200 kollums: sjit no op Jannewietske.

Tanimmende ûnfrede oer staveringswiziging

SNEON 4 MAAIE 2013

De plende wiziging fan de offisjele stavering fan de Fryske taal falt net by elkenien yn goede ierde. De Ljouwerter Krante publisearre juster in artikel fan tsien Fryske pommeranten, dêr't de oanpassings skerp yn feroardiele wurde. De kritisy komme út de wrâld fan kultuer en ûnderwiis en se ferlykje de winsk fan de provinsje mei it Frânske ferbod foar amtners om Ingelske wurden te brûken.

Dêr bleau it lykwols net by. Ien fan de briefskriuwers, André Looijenga, hie hjoed wer in grut artikel yn de Ljouwerter, dêr't er syn beswier tsjin de nije stavering yn ferdútst. Looijenga is redakteur fan it Fryske literêre tydskrift Ensafh en hat twaris it Frysk diktee wûn. Neffens him is it ûnsin dat de staveringwiziging it learen fan it Frysk makliker makket. De nije skriuwwize soe just it wurdbyld oantaaste.

It Nijs publisearre ferline wike al in krityske kollum oer de nije stavering fan taalkundige en âld-Afûk-meiwurker Henk Wolf. Syn namme stiet ek ûnder it artikel yn de Ljouwerter fan juster. De Nederlânsktalige media hawwe de krityk ek oppikt. It Genootschap Onze Taal skreau der in stikje oer yn syn nijsbrief Taalpost. Op ferskate ynternetsiden fan Fryske skriuwers wurdt der ek oer diskusjearre. Dichter Abe de Vries hat ek meiskreaun oan it stik yn de Ljouwerter en neamt de wiziging op syn webstee 'leksikografyske genoside'.

It njonkensteande plaatsje is as symboal fan it protest op in stikmannich websiden opnommen. It rjochtet him op it plan om it wurd 'romte' te ferfangen troch it Wâld-Fryske 'rûmte'.

Klik hjir om it artikel fan de tsien pommeranten te lêzen.
Klik hjir om it artikel fan André Looijenga te lêzen.
Klik hjir foar Henk Wolf syn kollum op It Nijs.
Klik hjir om stik yn Taalpost te lêzen.

De standertwurdlist is in ramp foar it Frysk

Abe de Vries

Leafst twa inisjativen is de Fryske Akademy de Fryske taalbrûkers mei oer it mad kommen. Neffens it earste moat de stavering feroare wurde fan guon wurden, benammen dy mei in –û of in –oe lûd. It twadde hâldt it opstellen fan in 'standertwurdlist' foar it Frysk yn. Net samar in grien boekje, dat ynventarisearret, mar in list dy't standertwurden oanwiist en it brûken derfan foar (semi-)amtners ferplichtet. Dat allegear op kosten fan ús taalrykdom.

Anne Dykstra, leksikograaf by de Fryske Akademy, hat tongersdei yn dizze krante ien en oar ferdútst en ferdigene. Ik fyn dat er belangrike saken oer de holle sjocht, it liket wol as wurdt it ûnderwiis-ideaal te fier trochdreaun. Dat sil skea dwaan oan de taal, sa't dy yn syn hiele hear en fear noch libbet by in protte minsken. No driget it ynkoartsjen, it wurdt in kwestje fan keal skeare en yn de lesboekjewaskmasine stopje, om it Frysk dêrnei netsjes bysette te kinnen op it plankje 'Echte Talen'. Mar op dat stuit sil der al net folle libben(s) mear yn sitte.

Neffens dy ideology moat in 'echte taal' foar syn stavering heldere regels hawwe sûnder histoarysk ûntstiene útsûnderingen. Regels dy't dúdlik binne foar de 'nijlearders': bern, mar ek ymmigranten út oare talen wei. Dat 'âlde' taalbrûkers it Frysk skriuwen blykber leard hawwe sûnder dy heldere regels, it is in wûnder. It is har ek slagge en werken útsûnderingen. Mar it ferfrjemdzjen fan in grut part fan de befolking fan de wurdbylden dy't mei de leafde foar de taal útmeitsje, wurdt sjoen as 'collateral damage', dan seit men spitich, it is net oars.

It is in taaltinken dêr't wy sûnder kinne. De 'logyske' ôflieding fan staveringsregels (is in wurd ôflaat fan it Aldfrysk, en yn de nije regel: wat is de Hollânske oersetting fan in wurd?) is net wat in taalbrûker dwaande hâldt waans salaris net betelle wurdt troch Akademy of Afûk. Gewoane Fryske taalbrûkers wolle witte *hoe't* in wurd stavere wurde moat, net *wêrom't* it sa stavere wurde moat. Jou my de regel en de útsûnderingen, mear ha ik net noadich.

Wêrom dan dochs wer nije regels? Giet it inkeld mar om opdrachten foar de ynstituten, wurk, mear papier, revisy fan boekwurken, koartsein, moat it jild de goede kant út rôlje? Foar it oare makket it de yndruk fan regelsucht en boekhâlderij. Hat in lytse, kwetsbere taal as it Frysk ferlet fan nóch mear stroffelstiennen? En hat de boarger in idee wat dit allegear kostje sil oan, bygelyks, nije lesboekjes?

Der wurdt ek sein dat wy in standertwurdlist noadich hawwe, in list dy't net allinnich oanjout hoe't in wurd stavere wurde moat, mar ek hokfoar wurd Standertfrysk is. As soene wurdboeken dy stavering net jaan. Der is bygelyks in Wurdboek Fryske Taal (26 dielen, online) en in Frysk Hânwurdboek (twa dielen). Dêr kin wol in grien boekje by, de subsydzje-ekonomy fan it Frysk is sljocht op soks. It Nederlânsk hat der ek ien, nee, it hat twa fan sokke skriuwgidskes, der is ek noch in 'wyt boekje'. Mar dat allegear makket noch gjin ferplichtsjende standertwurdlist.

Standertwurden? In foarbyld: 'romte' is goed Frysk foar 'ruimte'. Mar 'rûmte' (yn 'e Wâlden) is dat ek. Ien fan beiden moat aansen it fjild romje. It liket my goed dat der oer de konsekwinsjes breder oerlis komt as allinnich oan de Fryske Akademy. It oanwizen en ferplicht brûken fan standertwurden bedriget ommers in grut part fan ús taal. Goed, geef en libben taaleigen wurdt de skriuwtaal út- en de yllegaliteit yndrukt. Minsken wurdt in

unifoarme wize fan uterjen oplein. Soene Hollânsktaligen har ek fertelle litte dat se tenei 'woei' brûke moatte ynstee fan 'waaide'?

Underwiis-ideologen kinne de taal net foarskriuwe. Noch de Fryske Akademy noch de oerheid hat dêr it foech ta. De Fryske taal is in libbene praktyk, dy't fan ús allegear is. Provinsjale Steaten is knollen foar sitroenen ferkocht. In Steatelid kin mar ien ding dwaan: de sinleaze en skealike staveringswiziging weromdraaie en it haadstik fan de standertwurdlist sa gau mooglik ôfslute.

Abe de Vries is dichter en winner fan de Gysbert Japicxpriis.

Steaten, bliuw fan ús wurdbyld ôf!

Op 24 april hawwe de Steaten ynstimd mei in nije Fryske stavering. Noch mar 33 jier nei de foarige wiziging wurdt de spelling op 'e nij oer de kop helle. De stelling fan literêr redakteur André Looijenga is: Provinsjale steaten, bliuw fan ús wurdbyld ôf.

ANDRÉ LOOIJENGA

De nije stavering, dy't op de Fryske Akademy útdoktere wurdt, sil it skriuwen seker net makliker meitsje. Dizze feroarings sille ús as Friezen júst in soad enerzjy, ûnrêst en jild kostje!

Mei as doel om in Frysk 'Grien Boekje' gear te stallen, waard yn 2011 de Fryske Akademy oan it wurk set. De wurdboekskriuwers fan de Akademy hawwe har lykwols net beheind ta it fêstlizzen fan de stavering sa't dy op dit stuit brûkt wurdt. Yn it foarstel dat der no leit, krijt in stik as wat gewoane Fryske wurden ynienen in hiel oare stavering.

Lit my even op in rychje sette, wat der feroarje moatte soe:

1) 'oe' en 'û': tenei allinnich noch mar in 'oe', wannear't it Nederlânsk in 'oe' hat; dus: 'droech' (droog) wurdt 'drûch', en 'útnoeging' (uitnodiging) wurdt 'útnûging', mar 'boek' (boek) bliuwt 'boek', wylst 'boek' (beuk) 'bûk' wurdt.

2) 'ieu': dizze kombinaasje wurdt ôfskaft; it wurd 'ieu' (eeuw) moatte wy tenei dus as 'iuw' skriuwe.

3) yn frjemde wurden moat op guon plakken in 'f' ynstee fan in 'v', en in 's' foar in 'z' komme; it komt er op del dat it tenei 'telefyzje' wurdt omdat 'fyzje' as apart wurd bestiet, mar dat tagelyk 'advys' as stavering bliuwt omdat dat gjin gearstalling mei 'fys' is.

Oer dat lêste punt wol ik it hjir net hawwe. It staverjen fan frjemde wurden op syn Frysk wie al in tizeboel, en it sil mei dit foarstel ek in griemboel bliuwe.

Yn de foarstelde nije stavering moatte skielk ek hiel gewoane Fryske wurden oars skreaun wurde. Net langer dus: 'ieu', 'droech', 'útnoegje', 'útnoeging', 'spoek' of 'boekebeam'. En miskien komt der noch wol in langere list mei feroarings.

Mei de niisneamde wurden wie eins neat oan de hân. Wy skriuwe se mear as hûndert jier sa. Wêrom soe no har stavering feroare wurde moatte? De nije stavering soe "better te learen" wêze, "konsekwinter" wêze as de âlde.

Dat it Frysk skriuwen better te learen is nei dizze wiziging, is grutte ûnsin. Der feroaret eins fierste min, om oanlearen makliker te meitsjen! Wy bliuwe sitten mei tûkelteammen as bgl. 'bleaun' en 'freon', of 'heare', 'ferstjerre' en 'misêre'. En dan haw ik it noch net iens oer it staverjen fan de brutsen twalûden. Om écht effekt te hawwen op de 'learberheid' binne folle gruttere feroarings nedich!

> It staverjen fan frjemde wurden sil in griemboel bliuwe

Mar fansels kin soks net. It omgoaien fan de stavering betsjut ommers tagelyk it fernielen fan ús wurdbyld. In dúdlike stavering bestiet ommers net yn it foarste plak foar wa't skriuwt, mar foar de lêzer! Trochdat wy wurden itselde skriuwe, kinne wy dy wurden makliker lêze. Hoe mear Frysk oft minsken om har hinne sjogge, hoe better se it úteinlik ek skriuwe. Dat der wat útsûnderings yn in histoarysk groeide staveringstradysje sitte, is faaks sels nammerste better foar de lêzer. Tink oan de drege staverings fan it Ingelsk en Frânsk: dy funksjonearje krekt omdat it wurdbyld de ôfrûne ieuwen itselde bleau.

De Fryske taal is fan ús dy't Frysk prate, lêze, skriuwe. As wy Frysk skriuwe, is it bêste om safolle as kin oan te sluten by hoe't oaren skriuwe. En skreaun hawwe. Wy moatte ús dêrby gjin feroarings of beheinings yn ús Frysk diktearje litte troch



bemuoisuchtige ynstânsjes.

De Standertwurdlist, dy't der no fan Provinsjale Steaten komme moat, wurdt lykwols net in gewoan staveringsadvys, mar in wet. It sil in wet wêze, dy't foarskriuwt hokker wurden en farianten fan wurden tenei offisjeel Frysk binne. Wat dy wet net goedkart, mei dan net mear brûkt wurde yn it ûnderwiis, lykas Henk Wolf (dosint Frysk oan de NHL) ynkoarten yn detail útlizze wol.

Hat it Frysk op staveringsmêd ferlet fan feroarings en nije strange rigels? Wylst in soad âldere Fryskskriuwers noch altyd net wend binne oan de stavering fan 1980?

Nee! Mei dizze nije stavering giet in protte enerzjy (en jild) ferlern. Gemeenten en provinsje kinne better helpe om mear Frysk sichtber te meitsjen yn de publike romte. Frysktalige media oerein te hâlden en te befoarderjen. De taal in better plak yn it ûnderwiis te jaan. Helpe dat it Frysktalige plattelân de moed net opjout troch krisis en twongen skealfergrutting. Stypje dat wy Friezen mei-inoar Frysk praten en skriuwen bliuwe.

Lit dit 'Griene Boekje' sá net trochgean, Provinsjale Steaten!

Nieuwe Friese spelling, een gûd idee?

HENK WOLF - Provinciale Staten van Friesland hebben besloten de officiële Friese spelling te wijzigen. Het beruchtst is de nieuwe regel voor de schrijfwijze van de oe-klank. De nieuwe regel zegt dat er een *oe* wordt geschreven als het 'duidelijk overeenkomstige Standaardnederlandse woord' die ook heeft. In andere gevallen wordt een *û* geschreven. Die regel zou eenduidig en makkelijker leerbaar zijn. Laten we eens bij een paar Friese woorden met een oe-klank bekijken of dat waar is.

boesgroen/bûsgroen - in het Nederlands 'overhemd'. Of moet je kijken naar het verwante, maar onbekende 'boezeroen'?
bloeske/blûske - kan in het Nederlands als 'bloes' en als 'blouse' worden geschreven. Wil dat zeggen dat het Fries dan twee spellingen toelaat? En is een Friese 'bloes' niet een overhemd en een Nederlandse 'bloes/blouse' een dameskledingstuk?
hoenear/hûnear - in het Nederlands 'wanneer', dus zonder *oe*, maar er zit wel het woord 'hoe' in. Of speelt dat geen rol?
brûs/broes - in het Nederlands een 'douche', dus in het Fries 'brûs'. Maar het Nederlands heeft wel een 'broes' voor op de gieter. Dus je wast je 'ûnder de brûs' en je geeft de planten water 'mei in broes'? Maar het is toch hetzelfde ding?
doe/dû - is 'toen' overeenkomstig genoeg? Moet ik een etymologisch woordenboek pakken om te kijken of dat dezelfde oorsprong heeft?
tûfe/toefe, wynpûster/wynpoester, boekel/bûkel - volgens Van Dale zijn 'toef' (kuif) en 'poesten' (blazen) Nederlandse woorden, maar 'windpoester' niet. 'Boekel' (beukennoot) staat in het WNT. Maar wie kent die Nederlandse woorden?
poepetoer/pûpetoer - een 'heksentoer', dus zonder 'oe'. Of moet ik bij samengestelde woorden naar de afzonderlijke woorddelen kijken? Dat staat niet in de nieuwe regeling. En is 'poep' voor 'Duitser' dan ook Nederlands? Ja, verrek, het staat in de Van Dale. Maar 'poeps' weer niet, dus dan wordt dat 'pûpsk' in het Fries?
dûzelje/doezelje - het Nederlands kent 'doezelen', dus het zal wel 'doezelje' worden. Maar 'dûzelich' dan? Dat is 'duizelig'. Moet dat dan met een *û* blijven? En wat is de 'duidelijk overeenkomstige Standaarnederlandse' vertaling van 'dûzje'?
koerant/kûrant - het Nederlands heeft 'courant', zonder *oe*, dus wordt het in het Fries dan 'kûrant'? Maar dit is een Frans leenwoord! Daar gaan Provinciale Staten niet over. Blijft de regel dan van kracht dat je in vreemde woorden voor een *r* een *oe* schrijft?
koese/kûse, koeienearje/kûienearje - 'koese' komt van 'coucher' en 'koeienearje' van 'couillonner'. Dat zijn Franse woorden. Maar tot nu toe werden ze gespeld alsof ze geen vreemde woorden waren. Blijft dat zo? En hoe moet ik dat weten?

De nieuwe spelling is dus evenmin eenduidig als de oude. En ze heeft een extra nadeel. Mensen spellen namelijk alleen in het begin van het leerproces analytisch (beredenerend). De overgrote meerderheid onthoudt al snel lettercombinaties en woorden en schrijft na een paar maanden grotendeels op woordbeeld. Daardoor kunnen Engelsen en Fransen hun onsystematisch gespelde talen schrijven. Daardoor ook maken wij in het Nederlands weinig fouten met *au/ou* en *ei/ij*. En daardoor maken we juist veel fouten met de *d/t* van werkwoorden, waarvoor analytisch spellen noodzakelijk is.

De ervaring leert dat de keuze tussen *û* en *oe* een beginnersprobleem is. Na een tijdje gaat het vanzelf goed, doordat de leerders woordbeeld opbouwen. Wel hardnekkige problemen zijn

de spelling van Franse leenwoorden ("stantaasje", te laagfrequent), de werkwoordspelling ("hy wurd", vereist analytisch spellen), de keuze tussen *g/ch* ("aardigheid", Nederlands woordbeeld dringt zich op) en het verschijnen van spellingvormen van voor 1980 ("hawn", "houn").

Dat laatste belooft tientallen jaren van nieuwe spelfouten; straks is er welgeteld één boek in de officiële spelling - de woordenlijst. Alle andere Friese teksten frustreren het opbouwen van een correct woordbeeld. Niemand schrijft straks meer op gevoel goed. Woorden in nieuwe teksten ('drûch', 'bûsgroen'?) worden bovendien onvindbaar in de bestaande woordenboeken, woorden in oude teksten keurt de staveringshifker af. Schrijvers boycotten de nieuwe spelling of verkiezen het Nederlands. En dat allemaal voor een fictief voordeel.

"Steaten, jou it Frysk de romte/rûmte"

dagstelling
Der wurdt de lêste wiken in protte skreaun oer twa Fryske taalsaken: de stavering en de taalnoarm. De stelling: Provinsjale steaten moatte it Frysk de romte jaan.

Pieter Breuker

Oant no draait it foaral om de stavering, mar de plannen mei de taalnoarm binne stikken yngripender. Dêr behein ik my hjir ta.

By de taalnoarm giet it om it kieze 'moatten' tusken Fryskeigen dialektfarianten. De provinsje hat de Fryske Akademy frege om in Standertwurdlist Frysk te meitsjen. By fariaasje krijt de iene foarm it etiket 'standert' (ferplichte foar ûnderwiis en offisjeel ferkear), de oare de kwalifikaasje 'ek goed', mar dy jildt dus feitliken as minderweardich. De fraach fan de provinsje is ferkeard (as se dy al stelle mei), de positive reaksje fan de Fryske Akademy noch helte mear. It giet hjirre om in komplekse saak, dêr't ik yn de jierren 1982-2003 ûnderskate publikaasjes oer skreaun ha. Dêrby haw ik ek de opfettingen fan de Fryske Akademy oer dialektfariaasje wiidweidich én kritysk behannele, mar it is fan dy kant stil bleaun. Ik sil no tige yn 't koart útlizze wêrom't der gjin Standertwurdlist komme moat en dêrby sjen nei de funksje en de foarm fan it Frysk.

It Frysk is alderearst in sprutsen taal. Dat is in feitlike konstatearring. Neffens eigen sizzen soe in lytse 20 persint it Frysk skriuwe kinne. As it om goed Frysk skriuwen giet, tink ik dat it by 5 oant 10 persint bliuwt. Neier ûndersyk fan de FA nei de feitlike behearsking fan it Frysk sil útwize wa't gelyk hat.

Yn it sprutsene Frysk is folop romte foar de ûnderskate Fryske haaddialekten: it Klaaifrysk, it Wâldfrysk en it Súdhoeksk. Salang 't it Frysk dêrneist net algemien skreaun wurdt, bliuwt dat sa. Dêr feroaret in fan boppen opleine taalnoarm fan de FA neat oan: it berik dêrfan is ienfâldichwei te lyts. De 'gewoane' man skriuwt it Frysk net, de minsken dêr't de FA it fan hawwe moatte soe (skriuwers, wittenskippers, dosinten), komme hieltiten mear yn ferset. Ut myn ûndersyk fan 1988 die ek al bliken dat der ûnder (Afûk)dosinten en foaral ek skriuwers net folle stipe foar dialektseleksje bestie.

Der binne bûten de krekt neamde feiten noch gâns oare redenen om dialektseleksje ôf te wizen. Ik lit it by twa foarm-en trije funksjonele arguminten. De taalkundige ferskillen tusken de Fryske dialekten binne lyts. Se jouwe eins noait oanlieding ta misbegryp. Men moat lang sykje om foarmen dy't de iene groep brûkt, mar de oare net (fuort) begrypt. It wie altiten ien fan de fragen dy't ik myn studinten Frysk foarlei. Wy kamen dan út op ynsidintele foarmen as 'harke' - 'riuwe', 'flues''flij'.

Der is taalkundich sjoen gjin ferantwurde kar te meitsjen tusken de ûnderskate dialektfarianten. Elke list sil hieltiten wer grutte willekeur sjen litte en dat makket it learen ta in lêst. It earste kin in wittenskiplik ynstitút as de FA him net feroarloovje, it twadde de Fryske taalmienskip net.

Sosjaal sjoen stekke de brûkers fan it iene (haad)dialekt net boppe dy fan it oare út. Dat komt alderearst omdat it Frysk primêr sprektaal is, mar ek troch de oanwêzigens fan it dominante Nederlânsk. Mei oare wurden: der is net in groep dialektbrûkers dy't op grûn fan (ekonomyske, kulturele of getalsmjittige) oerhearsking har Fryske fariant oplizze kin.

De besteande teksten yn it Frysk soenen ynienen net mear goed wêze. Dosinten en amtners soenen nij lesmateriaal krije moatte, it wurk fan alle Fryskskriuwers soe net oan de FA-noarm foldwaan. En alle wurdboeken, grammatika's en staveringsmetoaden (dé taalnoarmboarnen) soenen feràldere wêze.

As lêste: in Standertwurdlist sil taalbrûkers ferfrjemdzje fan har eigen, goedfryske foarmen. By it Frysk skriuwen learen, moat tenei elke Frysktalige eigen foarmen ôfleare en ûneigen oanleare. En is it werklik sa lestich foar net-Frysktaligen om út de dûbelfoarmen te kiezen? Ik ha de ôfrûne fjirtich jier hûnderten fan har Frysk skriuwen leard en har amper kleien heard. Sterker noch: de measten fûnen it wol nijsgjirrich!

Om wat foar foarmen giet it no? Ik kin út de werklik tûzenen foarbylden (wat ek in wurk foar de FA en foar de Fryskbrûkers!!) mar in hantsjefol neame. As 'rûmte' Standertfrysk wurde soe, dan moat de FA ek kieze foarbygelyks: 'krûm', 'tûme' en … 'dûm'! En soenen dan yn ien loop 'kûnt' en 'fûnk' meinommen wurde? Dêrmei soe stikem in oar meganisme meitelle: maksimale ôfstân ta it Nederlânsk kreëarje. Mocht de FA in foarkar foar Wâldfryske foarmen hawwe (lykas by 'rûmte'), dan soe se ek kieze kinne foar eastlike foarmen as 'dû', 'lulk', 'skrippe' en 'saterdei'. Ek de tiidwurden falle ûnder de bile. Mar hoe is mei goed fatsoen in kar te meitsjen tusken bygelyks 'borduere' - 'borduerje' en 'damme' - 'damje'? En wat te tinken fan de tsientallen ferskillende doetiidsfoarmen? De Afûk hat om 1990 hinne besocht om dy te standerdisearjen, mar dat is misbeteard. 'Blykte' of 'bliek', 'rûkte' - 'roek', 'hâlde' -'hood/hold', 'ropte' -'rôp', 'terske'-'tursk', 'duts' - 'diek'? Noch in inkeld oar foarbyld. 'Feroaringen' of 'feroarings', 'hûzen' - 'huzen', 'personeel' - 'personiel', 'nestje'-'nestke' en alle oare soartgelikense dûbletten?

It Frysk hat in romme, mar yn de hjoeddeiske situaasje goed funksjonearjende skriuwtaalnoarm. Wês dêr wiis mei, wês ek bliid dat der noch minsken binne dy't it Frysk skriuwe, ferfremdzje har net fan har eigen taal. Hâld op mei standerttaal boartsjen!

Pieter Breuker wie learare-oplieder en dosint taalfeardigens en sosjolinguistyk Frysk Ynstitút oan de RUG.

Pieter Breuker 11 mei 2013
Bêste studinten,
Ik ha (hé) yn myn stik hjirboppe in grut oantal (tal) saken allinnich (allinne) mar eefkes (efkes/effen) oanstippe kinnen (kind). Oer alles is hiel (heel/heul) wat mear te skriuwen (en jimme sille dêr grif noch (jit/jitte) mear fan hearre (heare), mar no dan de romte (rûmte) dy't de Fryske Akademy (Akedemy/Akedeemje) himsels taeigene (offisjele FA-stavering) hat (het).
P.S: ik ha hjirboppe net allinnich dialektfarianten oanjûn, mar ek oare dûbletten. Mar ja, as men standerdisearje wol, dan ek fuort mar 'goed'.
EIGEN YNTERPRETAASJE FA OPDRACHT STEATEN
Neffens de 'Konsept-beslutelist PS-gearkomste 24 april 2013' hat 'de provinsje de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze standertwurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk, of offisjeel de 'Woordenlijst Nederlandse Taal van de Nederlandse Taalunie. De standertwurdlist moat in oersjoch jaan fan de offisjele stavering fan it Frysk'. Dat is in korrekte ynterpretaasje fan it doel fan it GB. Dat jout allinnich regels foar de stavering en sprekt him net út oer standerttaalwurdfoarmen, krekt oarsom. De 'Inleiding' fan it GB einiget sa: 'De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.' Yn har 'Advys regeloanpassing Fryske stavering' d.d. 18.1.2013 komme de trije opstellers fan de FA mei in hiel eigen ynterpretaasje fan de provinsjale opdracht: 'De FA is bliid mei it inisjatyf fan 'e Provinsje ta in offisjele Standertwurdlist. De FA is fan betinken dat sa'n ûndûbelsinnige [sic!] wurdlist de drompel om Frysk te skriuwen leger meitsje sil. Nimmen hoecht him by it Fryskskriuwen mear ôf te freegjen oft wat er skriuwt wol geef Frysk is.' Dêrmei giet de FA (alteast it trijetal) ek letterlik bûten har boekje. De FA komt mei in (oanpaste) staveringsregeling foar it ljocht, dêr't yn ien loop yn oanjûn wurdt hokker wurden ta 'de' standert fan it Frysk hearre en hokker net. Soe de provinsje dat eins wol witte (en wolle)?
Pieter Breuker

Friduwih 20 mei 2013
In pear wike lyn wie de Fryske taalstandert it tema fan ús tafelpetear. Ús gasten wienen in jonge Amsterdamske frou en har mem dy't fan mingde Europeeske ôfkomst is mei as memmetaal it Switsersk-Dútsk. Se fûnen dat Fryslân in frij unike posysje ynnimt troch ferskillende taalfarianten offisjeel ta te stean. Ik haw beskieden opmurken dat ik net seker wit at Fryslân in lân is dat unike posysjes ynnimme wol.
Yndie is it spitich dat Switserlân net ien Schwyzerdütsch dialekt as skreaune taal erkent; yn Fryslân is it better. Dat de nije Fryske stavering der oan komt haw ik ús iters net ferteld. Sij sprekke gjin Frysk en se beskôgje taal as in net-politisearre gebrûksfoarwerp, mar se begripe wol dat in wurdlist dêr't minder wurden op stean as dy't feitlik brûkt wurde net liede kin ta mear taalgebrûk. Foar sa'n konklúzje hoege jo gjin wittenskipper of portefúljehâlder Aktyf Taalbelied te wêzen.
It neamen fan Newspeak yn 1984 slacht de diskusje grif dea en dat wol ik net. Mar taalherfoarmingen stean noait los fan taalpolityk. It giet lang net altyd om gruttere taalrykdom mar om taal dy't oars en better is as oare talen, koartsein om identiteit. Oan de identiteit fan de sechstich prosint Fryksprekkers dy't gjin Frysk skriuwe feroaret de stavering, dat wol sizze de wurdlist, neat; dat slagget net mar it liket boppedat net nijsgjirrich. Ommers wa't skriuwt dy bliuwt en de Fryskskriuwers moatte geef Frysk skriuwe en daliks noch gever Frysk. At ik dat net kin of wol krij ik in iensum unike posysje yn de Fryske taalmienskip.
Dat haw ik ús tafelgasten allegearre net ferteld.

Sigrid 21 mei 2013
Moai sein! Je soenen je yndie skamje om de plannen út te lizzen. Okkerdeis wie ik yn De Rottefalle foar taalkundich ûndersyk en guon testpersoanen begûnen oer de stavering. It docht bliken dat it minksen dochs oangrypt, dy staveringsferoaring. Sels de 60% (as mear) dy't gjin Frysk skriuwt makket him soargen oer de takomst fan it Frysk as dy feroarings trochfierd wurde. Minksen binne wiis mei harren skriuwtaal sa't dy is, ek al kinne se it sels net skriuwe. Se lêze it gauris al.
It docht ek bliken dat it op Omrop Fryslân ferkeard kommunisearre is. In oantal minsken dêr't ik mei praat ha miene dat de v yn de Fryske skriuwtaal komt yn plak fan de f. Net allinnich de kommunikaasje tusken provinsje en Fryske Akademy ferrint min, blykber ek it nei bûten bringen yn de media giet mis. Se hawwe elkenien knap ûnrêstich makke.

(Reaksjes fan studinten Frysk op "Steaten, jou it Frysk de romte/rûmte" fan Pieter Breuker fia skanomodu.nl)

Spinsels: Skrjoo mar Friesk | column

Joens fief maaje wie-uh der sammar un fljermoeske boppe uus strutte. Ik tocht: „Wat is frijhijt un riek bussit. San dierke kin olle kònten uut, soender dot immen sait dot soks net mai”.

Os jo no tinke: „Wat is dit voar un briek taaltsje”, don ha jo un punt, mar os jo ut loet-op lèèze folt it wol wot ta.

Ut is gewòòn mien aigun staawuring, sa’t ik tink dot ut nog wol nai tu kommen is, ek voar meensken diet gjin bunul fon taal ha. Op ut guhoor, wok mar sizze, fooneetiesk dus.

Mien paake hie ien un òòt skwalle-skriftsje (nog san grienenien) fon olles oer sien jonge jirren nootjerre, kwartswielige furhaaltjes oer nuuwere dwarpstiepes ien sien Akrumur jonkheid. De òòt man spruts geef Friesk mar hie-uh ut net op skwalle leert, wont dot mocht net von du Hollonnurs.

Dogs woe-uh ur ien sien aigen taal skrjo-uh en dèèrom die ur dot mar op sien guhoor, dot net sa bèèst meer wie-uh. Wij skworden úús de boesen úút fonsels, mar paake hie-uh wol guliek.

Wont joo wurde dogs dwielsinnug fon olwer un nij-uh staawering. Meensken ik ha hast un meenskelibben wurk hòòn om te begriepen of ik noo Bijke (lange „ij”!) un „houn”, un „hûn” of un „hoen” skrjo-uh moast soent 1980.

Mun gie-ùh op „snein” nai tsjerke, mar ien gwon streken sai mun „sneen” of sels „snijn” en dus waart ut „snein”. En sa sie-ut oerol un logika efter.

Mij is nog leert dot ju yn ‘e wòòden net „hoen” mar „hoon” sizze en dat dèèrom de „ou” broekt waart. Sie fon de wooden sizze ek hie en sie en wie en om die reden waart ut „hy” en „sy” en „wy”, wielst wy „wij” saine.

Waat ie-un keer un staawering òònleerd hat, kin dot net sa maklik wer au leere. Os immen dit stikje ol staawere hat, wol ik him of har ut atvies jaan olles sa gau moogluk mar wer tù ferjitten. Maitsje tùnai jo aigen staawering mar. Kinne wij grif nog gnieze.

Joo aigen taaltsje, dot is ek frijhijt. Ik bin bunijt!

Artikel geplaatst door Hans Veenstra op 8-05-13 10:55.

Opiny

Ik bin tsjinstanner fan de oankundige staveringsferoarings en de saneamde Standertwurdlist fan it Frysk.

Sa. Dat hat efkes duorre. Mar de stikken fan – benammen – Henk Wolf ha my sjen litten dat de nije stavering it taallearen earder kwea as goed dwaan sil. Ik bin ek taaldosint en wit fan de krêft fan it wurdbyld. Benammen de oankundige oe/û-feroaring sil it wurdbyld slim oantaaste en dêrmei it taallearen earder dreger as makliker meitsje.

Oangeande de Standertwurdlist stiet yn it advys oan PS it folgjende: "De ferwachting is dat gâns lju foar de feilichheid en de struktuer fan 'e Standertwurdlist kieze sille. Sa sil dy list ek in taalbefoarderjende funksje hawwe." Ik bin yndie bang dat dat sa is. Dat brûkers it prachtige ferskaat fan it Frysk net mear ynsette sille om't se de standertwurdlist folgje. Dan komst yn in fisieuze sirkel, en boppedat in paradoks telâne: wat mear sukses dy Standertwurdlist ha sil, wat minder fariaasje it skreaune Frysk kenne sil. Dan brûke en leare nije Fryskskriuwers aansen saai Frysk. Ienheidswoarst. En dan mei men jin ôffreegje oft de "taalbefoardering" dêr't it advys it oer hat, dat eins wol echt is. Dat is grif net de bedoeling fan de makkers, mar sa kin it wol rinne. Dy útwurking ha sokke wurdlisten no ienkear. Lykwols, as de opset, status en bewurdingen oanpast wurde, soe fan sa'n wurdlist wier wol in moai stik taalark makke wurde kinne. De leksikografen fan de FA binne manskernôch om dat foarinoar te boksen. Der kin datoangeande grif noch oerlis plakfine, wittenskippers binne by definysje ûntfanklik foar goede arguminten.

Wat ik wichtich fyn om te melden: ik leau net oan wurkferskaffingsplantsjes, slûchslimmens en efterdoarkesstrategy by de makkers fan it advys (de Fryske Akademy) of by PS. Op syn heechst soest sizze kinne dat der sprake is fan in beskate tunnelfyzje en te min fieling mei it fjild, mei de praktyk, en ek fan kommunikative flaters. Wittenskippers en politisy eigen, miskien. Mar ik fyn it eins ek sleau fan mysels dat ik hjir net earder op dûkt bin - en dat jildt tink ik foar wol mear tsjinstanners. Dy kânsen ha der wis wol west, der ha lêzings en kollums west, de aginda fan PS is iepenbier, de publike tribune wie leech.

Oerlis dus. Ik soe elts dêrby wol oproppe wolle om de toan saaklik te hâlden. Ek al wit ik ek wol dat stavering emoasje is. Ek by my.

Anne Tjerk Popkema (oersetter en taaldosint)

LEEUWARDER COURANT
10 mei 2013, pag. 6

dwers

pieterdegroot

Lette aksje

Provinsjale steaten hawwe yn har gearkomste fan 24 april unanym, dat is ta sizzen mei 39 stimmen foar, o tsjin en o ûnthâldingen, de wizigingsregels fan de stawring oanneommen. Dat der achternei ûnder Fryskje}-skriuwers safolle konsternaasje oer ûntstean soe, hat blykber gjin steatelîd foarsjoen. Dat is apart. Hja hiene weet hawwe kinnen fan de reboelje, dy't fertine simmer al ûntstie yn de sosjale media.

It fersyk fan de steaten oan de Fryske Akademy wie simpelmêtsje in fariant fan it 'Groene Boekje'. Wêrom moatte de taalkundigen dêre dan bûten it boekje om earst alderhanne yrkonsekwinsjes dêt de stawering helje? Wêrom moat drooch yrkenen drûch wurde, en ûtsolegje ûtrûgje?Mar wêrom wurdt ûtroepje dan net ûtrûgje? Oer't inkeld de taalkundigen dy logika begripe?

Doer't de snoade plannen fertine jîer op de sosjale media ûtlekten, sei ik yn Dwers (LC 23-n-12) de taalkundigen it mannewaar op:

Steaten binne net tsjinsprutsen

„Ik wurd ynwindich pûr op sokke sûrtûten en soe sizze: stjûr net oan op rebûlje en meitsje dien wurk, leaver hjêld as mûarn." Hq mar sê healwêls soe it net bilinder.

Yn de krante fan 7 desimber lei Anne Dykstra hastich ût dat it mar om lytse oanpassingen te rêden wie, der wie hiel goed oer neitocht. „Eins is it in non-issue" omearre hy. It is yn wêzen ommers mar in ôfspraak, mar ja: „Der binne minsken foar wa't de stawering ûtî sit mei emoasje, soms fanwegen de bining mei it Aldfrysk, soms fanwegen it bewende wurdbyld."

Dat hat de lêste wiken wol bilken dien. Mar yn febrewaris hie de taalmafia al dien wurk makke en de steatleden foar syn karke spand. Dy wiene blîd ta dat de Akademy dat wurkje foar har opknappe woe; op inkelde ûtsûnderingen nei binne hja ommers analfabeten yn 'e eigen taal.

De fraach dy't my yn 'e holle omwynt, is: wêrom ha skriuwers en dosinten, kollektyf of yndividuaal, har net yntiids oppenearre by deputearre fin provinsjale steaten? Nimmen hat fan syn ynspreekrjocht gebrûk makke om de steatleden yn te wriuwen dat de nuodlike sitiuasje fan it Frysk sok rynsk subsidiearre taalkundich hobbyisme net fêrneare kin. Hoe lyts oft so dy ûtstalken ek neame, it ta standert fêrhoffen komt dêl op in fêrearming. Is der noch in wei weron? Lit ôs it hoopje en lit de steaten net sa eigenwêls wêze en sizze: eigen skuld dikke bult.

> pieterjan.de.groot@planet.nl

Blijf van de spelling af

Pier Bergsma

Er zijn mensen die denken dat je de spelling zo eenvoudig moet maken dat iedereen het kan leren. Waarom zou je bijvoorbeeld " hij wordt" niet net zo schrijven als "ik wort" en als "wort jij". Daar zit wat in. Maar het hele werkwoord is "worden", de ik vorm is "ik word" en daar komt bij "hij" nog een "t" achter net zo als bij "lopen", want je schrijft "ik loop" en dan wordt het bij "hij" dus "hij loopt". Ook daar zit wat in. Er zijn mensen die het hele gezeur over de Nederlandse werkwoorden onzin vinden. Als je dat al niet eens kunt leren, dan ben je al helemaal niet in staat om andere nog moeilijker dingen te leren. Daar zit ook wat in.

Toch vinden er geregeld spellingshervormingen plaats. Toen ik in een grijs verleden op de lagere school zat, hadden we leesboekjes waar van woorden als "bosch" de "ch" was doorgestreept. Misschien was er te weinig geld om nieuwe leesboekjes aan te schaffen. Die kregen we kort daarna wel.

Ik ben tegen elke spellingswijziging. Het wordt er niet beter en eenvoudiger van. Ik heb nooit begrepen waarom het opeens "koekenpan" moest worden in plaats van "koekepan" of "pannenkoek" in plaats van "pannekoek". Bovendien heb ik geen zin om me erin te verdiepen. Tegenover mijn computer staan meerdere woordenboeken, de *Woordenlijst Nederlandse Taal* en de *Spellingswijzer Onze Taal* en op mijn computer zitten meerdere spellingsprogramma's. Zelfs de "*Fryske staveringshifker*."

De Engelsen doen niet moeilijk. Die hebben al eeuwenlang dezelfde spelling met als gevolg dat ondertussen de lettercombinatie "ou" op zes verschillende manieren wordt uitgesproken. Vergelijk though, through, rough, cough, thought en cough met elkaar. Als u zin en tijd heeft kunt u de uitspraak opzoeken, maar neem maar van mij aan dat die verschillend is. De Staten van Friesland wil nu de Friese spelling opnieuw aanpassen. Doe dat niet. Het is weggegooid geld. Doe als de Engelsen.

LEEUWARDER COURANT
11 mei 2013, pag. 28

Nieuw standaardfries oogst storm van kritiek

WILLEM BOSMA

LEEUWARDEN - Er komt een officiele Friese taalstandaard en de spelling gaat een beetje op de schop. Maar de veranderingen oogsten een storm van kritiek.

Schoolkinderen zweten in de statenzaal op het „grut Frysk diktee". FOTO LC/TIFFANY PETERS

Op voorstel van GrienLinks komt er een Standertwurdlist Frysk à la het Groene Boekje voor het Nederlands. Pas nadat provinciale staten daar vorige maand een principebesluit over hadden genomen, brandde de discussie over de wenselijkheid van zo'n taalnorm los. Ook de bijbehorende spellingswijzigingen, die de Fryske Akademy nodig acht, gaan druk over de tong.

Bij de Fryske Akademy bestempelt lexicograaf Anne Dykstra de standaardwoordenlijst als een „voor iedereen gemakkelijke en nuttige afspraak". Buiten het officiële verkeer en de klaslokalen zou het iedereen vrijstaan om van de standaard af te wijken. Maar, zo voegt hij er aan toe, naar verwachting zullen veel mensen bij het Fries schrijven voor de veiligheid toch blindvaren op de standaardlijst. De Akademy noemt dat een taalbevorderend effect.

Dykstra wijst er op dat de Standertwurdlist meer is dan alleen een kale opsomming van woorden. Het boekje en zijn elektronische variant moeten ook een gids zijn in het doolhof van spellingsregels, afbrekingsnormen en het gebruik van afkortingen en leestekens.

Voor de keuze tussen varianten van hetzelfde woord laten Dijkstra en de zijnen zich vooral leiden door de frequentie waarmee zij in het geschreven Fries van de laatste decennia voorkomen. Ze noemen dat „een democratische standaard". Dan wint de vorm *ûnder* (28.945 keer) het royaal van *onder* (2009 keer). *Rûmte* (385 keer) legt het af tegen *romte* (2870 keer).

Onderwijsveteraan Pieter Breuker uitte deze week de vrees dat een standaardwoordenlijst de taalvrijheid zal beknotten. Juist voor een taal die vooral mondeling in zwang is, vindt Breuker het een hachelijke zaak om geforceerd te kiezen tussen dialectvarianten.

De drie hoofddialecten (Klaaifrysk, Wâldfrysk en Súdhoeksk) hebben in het mondelinge verkeer dezelfde 'rechten' en een overeenkomstige status. Over en weer kunnen mensen van de klei, uit de Wouden en de Zuidwesthoek elkaar nagenoeg perfect verstaan.

Breuker is bang dat er onherroepelijk een statusverschil zal ontstaan tussen woorden uit het officiele boekje en varianten die dan wel niet verboden zullen zijn, maar in het onderwijs en formele situaties als tweederangs zullen worden beschouwd. Zoiets gaat op termijn ten koste van de variatie.

Ook uit de kring van schrijvers en uitgevers komt kritiek op de standaardisatie. De dichters Eeltsje Hettinga en Abe de Vries en dicteekampioen André Looijenga zien haar als breidel van creativiteit en gewoonten. Of je nu *romte* schrijft of *rûmte*, *museums* of *musea* - dat moet iedereen toch lekker zelf uitmaken?

Docent en toetsontwikkelaar Reitze Jonkman vindt niet dat een standaardlijst in die vrijheid treedt. Hem komt een standaard wel van pas, omdat leeropbrengsten in het taalonderwijs zo beter meetbaar zullen zijn.

Een strakkere taalnormering wordt volgens Jonkman begunstigd door digitale toepassingen. Uiteindelijk bepaalt de maatschappij als geheel welke woorden en schrijfwijzen het langste leven hebben.

Standert en stavering

Wat moat men noch tadwaan oan dy artikels fan mannen as Wolf, Breuker, Popkema en konsorten? Is de praktyk oant no ta net, dat de klaaifryske fariant út 'e wurdboeken op skrift de foarkar krijt? Moai sa gewurde litte. Oars wurde de oprjochte dialektbrûkers noch onwisser oer har eigen taal.

Ik bin ek as de dea foar ferskraling. Jou my mar de kleur fan it rike idioom en 'e linige autentike taalhantearring fan bgl. Rink van der Velde, Tsjêbbe Hettinga en Durk van der Ploeg. Of soe de jongere ginneraasje dat net mear neikomme kinne?

Har Frysk praten is de earmoedige kant it neist, mar se twitterje der mar op los, ha 'k begrepen, yn har eigenoanrette stavering. It stribjen nei in - mooglik noch - konsekwinter stavering hat dêr amper ynfloed op. Dat wêrom dy dy drokte.

Faaks is it better en jou wat mear didaktys en taalkundich ferantwurde tsjingas oan 'e oantaasting fan 'e Fryske sinskonstruksje en 'e korrekte útspraak. Al is dat foar it NHL-radiospotsje foar mear dosinten Frysk yn it team te let, mei syn '...bûter, brea en griene tsies'.

Koop C. Scholten. De Wylgen

Taal yn Fryslân; Op 'e nij besjoen ~ Durk Gorter & Reitze J. Jonkman

► door: **A.IJ. van den Berg**

Vier jaar terug nog maar passeerde het Fries een absolute mijlpaal. Het ***Frysk Hânwurdboek*** kwam uit — en dat is het eerste woordenboek waarin zowel de lemma's als de uitleg in het Fries staan. Voordien waren de woordenboeken altijd **vertaalwoordenboeken**, of werd de verklaring van een Fries woord in het Nederlands gegeven.

Met een omweg dus.

Nog beter had ik het gevonden als er een Fries synoniemenwoordenboek was uitgebracht. En als ik dan toch aan het wensen ben: een degelijke digitale grammaticacontrole ware ook niet verkeerd.

Maar met dat handwoordenboek waren ook wel synoniemen te vinden. Dus schafte ik het aan. Terwijl het eigenlijk onzin is om naslagwerken te kopen in deze digitale tijd, nu machines zo veel sneller zoeken en vinden dan wij.

En de prijzige aanschaf is dus ook al vrij snel weggegooid geld gebleken. Dezelfde Akademy die het handwoordenboek uitbracht, heeft inmiddels tot een spellingshervorming van het Fries bevolen. En deze is onlangs zonder discussie door Provinciale Staten aangenomen. Bovendien maakt de Akademy een standaardwoordenlijst die oplegt welke dialectvariant van een bepaald woord voortaan het beste is.

En er zijn nogal wat dialectvariaties. Maar de keuze om het woord te gebruiken dat je zou uitspreken, kan dus op schrift ineens heel goed verdwenen zijn.

Ondertussen is niet alleen het dure handwoordenboek maar zijn alle naslagwerken in mijn bezit plots op slag onbetrouwbaar geworden.

Het enige protest tegen die spellingsverandering komt tot nu toe van schrijvers en een **enkele taalwetenschapper**. En dat is niet vreemd. Zij hebben meer dan wie ook geïnvesteerd in de beheersing van die taal. Voor hen is zelfs het geschreven Fries levend, omdat latent de hele literatuurgeschiedenis van die taal meeweegt in hun werk.

Onder de bevolking blijft het ondertussen erg rustig. En ook die onverschilligheid valt goed te verklaren. Het Fries is allereerst een levende spreektaal. Lezen doen de meesten Friestalige teksten al niet. Laat staan dat ze moeite doen om de taal te schrijven.

Want, dat is ook vrijwel niemand op school geleerd. De meeste Friestaligen zijn analfabeet. In die taal.

Elders in Nederland regeert overigens het misverstand dat het Fries een verplicht schoolvak is — en dat dit logische consequenties heeft. Terwijl die verplichting nu net op typische Nederlandse wijze geregeld werd. Ja, er staat wel ergens dat in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs waar dit toepasselijk is aandacht moet worden gegeven aan het Fries. Maar waaruit die aandacht bestaan moet, werd daarbij niet ingevuld. Want zulke details leiden maar tot vervelende verplichtingen. Zoals het eeuwig beschikbaar stellen van geld.

Ondertussen was voor mij vraag geworden hoeveel mensen eigenlijk met regelmaat in het Fries schrijven — hoeveel directe slachtoffers het taalbeleid van een tamelijk **overbodig politiek orgaan** gaat eisen; behalve dan dat hele bibliotheken onleesbaar worden omdat het woordbeeld gaat veranderen.

En dan blijkt dat in officiële stukken nog altijd terugverwezen wordt naar de enquête *Taal yn Fryslân; Op 'e nij besjoen* van Gorter en Jonkman uit 1995.

Dat onderzoek is een herhaling van de gelijknamige exercitie door dezelfden van eind jaren zeventig. Toen de taalsocioloog Gorter wilde weten wie er in Friesland het Fries praten, en wanneer ze dat deden. Want, bij ieder domein in het leven hoort ander gedrag. Met de buren ga je anders om dan met de dokter, of de dominee.

Op *Taal yn Fryslân* is methodologisch alleen wel van alles aan te merken. Zo bestond de steekproef uit een lang interview, waarbij een vrijwilliger nogal wat vragen kreeg te beantwoordden. Een situatie die heel makkelijk tot sociale wenselijke antwoorden kan leiden — want wie denkt er ooit bewust na over zijn taalgebruik. En bovendien controleerde de interviewer de uitspraken niet — die moest bijvoorbeeld naar eigen inzicht interpreteren over de gesprekspartner inderdaad Fries zou kunnen lezen, of schrijven, als deze beweerde van

wel.

En in het vervolg *Taal yn Fryslân; Op 'e nij besjoen* dook ineens het magische getal 17% op — dit zou het percentage aan inwoners van Friesland zijn dat de taal aardig kon schrijven.

83% geeft dus aan dit niet te kunnen.

En mij viel vooral die 17% op omdat dit zo veel hoger is dan in eerdere onderzoeken. Bij een enquête uit 1967 lag dit percentage op 11,5% — met een foutenmarge van zeker plus of min drie procent zo schat ik in. Tijdens de eerste ronde van *Taal yn Fryslân* was het 10,6%, plus of min circa 2% gezien het aantal ondervraagden.

Toegegeven, begin jaren negentig was er wel Friestalige regionale televisie bijgekomen. Maar dat leek me eerder voor ontlezing en analfabetisme in eigen taal te pleiten dan tegen.

Het ontbreken van een verklaring voor de stijging valt dus op in het rapport.

Hadden onderzoekers zo'n stijging op dit moment gevonden, dan had ik die cijfers overigens weer niet meteen betwijfeld. De digitale cultuur van het moment is voor de meesten een communicatiecultuur waarin oppervlakkige tekstjes uitwisselingen in de spreektaal vervangen. Het Facebook-Fries wordt daarmee een nieuwe loot aan de oude stam van de taal; waaraan vooral de vrijheid te prijzen is waarmee de gebruikers hun woorden spellen.

Blijft alleen staan dat ik 17% aan schrijvende inwoners van de provincie een rijkelijk hoog percentage vind. Dat zijn er namelijk dan 17% x 640.000 = 108.800.

Intuïtief ligt het aantal Friezen dat de taal met regelmaat schrijft voor mij eerder op 3.000 — geredeneerd naar wat ik online waarneem, en wat ik ooit ontving als redacteur van een literair blad.

Anderen noemen een aantal van **10.000**.

Nu gaat het mij niet per se om de juistheid van de getallen. Zoals altijd met politieke besluiten interesseert mij allereerst de proportionaliteit. Er wordt namelijk zo vaak daadkracht verkocht die weinig meer is dan spierballenrollerij; maar ondertussen wel ongedachte negatieve gevolgen heeft.

Politici zijn bovendien de grootste taalvervuilers die er bestaan. Dat juist zij, op hun provinciale niveau, het recht schijnen te hebben om anderen een spellingswijziging op te dringen, is erg cynisch.

Als dit ook nog gebeurt zonder motivatie, of op basis van cijfers waar wel wat op af te dwingen is, wordt politiek helemaal verkeerde dwang.

En zeg nu niet dat alleen ambtenaren verplicht zijn om zich aan spellingsafspraken te houden. Ondertussen is de provincie ook één van de belangrijkste subsidiegever geworden bij de uitgave van Friestalige boeken. En vrijwel geen van deze boeken komt zonder subsidie uit.

Mits ze aan bepaalde eisen voldoen, natuurlijk. Taaleisen, onder meer.

Taal yn Fryslân; Op 'e nij besjoen
Durk Gorter & Reitze J. Jonkman
90 pagina's
Fryske Akademy, 1995

[x] opgenomen in het dossier: **Frysk & frjemd**

List mei standertwurdfoarmen is per definysje in gaos

PIETER BREUKER - De Fryske Akademy liket it hêft yn eigen hannen nommen te hawwen troch de provinsjale opdracht om in standertwurdlist foar de *stavering* op te stellen tagelyk 'eefkes' út te wreidzjen mei in list fan **standertwurdfoarmen** (ferplichte foar it skreaune Frysk yn ûnderwiis en offisjeel ferkear) en **'ek goed-wurdfoarmen'**). By dy eigenmachtige útwreiding giet it yn de taljochting dus net mear om de stavering, mar om it kiezen tusken dialektfarianten. 'Rûmte'soe binnen de standert falle, 'romte' soe as in 'ek goed'-fariant besjoen wurde moatte (mar feitliken dus as minderweardich jilde). Der binne hiel wat beswieren tsjin sa'n standert te neamen. Ik behein my no ta ien aspekt: de ûnmooglikheid om in wittenskiplik ferantwurde én ek brûkbere list fan wurdfarianten op te stellen. De foarbylden dy't ik hjirûnder jou, binne hieltiten mei in mannichfâld oan fergelykbere gefallen oan te foljen.

Op grûn fan hokker kritearia soe de FA út dialektfarianten kieze kinne? Ik sjoch fjouwer mooglikheden. De yn praktysk opsicht maklikste is om de foarkar oan ien dialekt te jaan. Konkreet giet it dan om de kar tusken it Klaaifrysk en it Wâldfrysk (it tredde 'grutte' Fryske dialekt, it Súdhoeksk, hat fan âlds al amper plak yn it skreaune Frysk).

Stel dat it Klaaifrysk befoarrjochte wurde soe. De brûkers fan it Wâldfrysk soenen har mei rjocht tekoart dien fiele: har dialekt is sosjaal sjoen neat minder ommers, ek net yn it skreaune Frysk. Mar de standert soe ek sterk ôfwike fan wat wy yn de skriuwtaal al jierrenlang as gebrûklik, as goed Frysk beskôgje. In pear foarbylden. 'Hiel' soe **ferplichte** 'heel' wurde, 'wage' → ' weag(j)e', 'hûzen → 'huzen', 'swarm' → 'swerm', 'kastke' → 'kastje', en 'dûm' → 'dom'. In inkeld 'los' foarbyld. 'Dû' wurdt 'do', 'hja/hju' → 'sy', 'lulk' → 'lilk', 'saterdei' → 'sneon', 'skrippe' →'skreppe' en 'skille' → 'skele'. It omkearde, dus it Wâldfrysk boppe it Klaaifrysk stelle, jout soartgelikense beswieren.

In oar kritearium (en mooglik wol de FA dêr op ta) soe de frekwinsje fan in wurd yn it skreaune Frysk wêze. Ik ha gjin frekwinsjesifers ta myn foldwaan, mar de konsekwinsje soe sûnder mis wêze dat soms in Klaai-, dan wer in Wâldfryske foarm yn de prizen falle soe. Om earst eefkes by in pear fan boppeneamde foarbylden te bliuwen. 'Heel' soe it grif ferlieze fan 'hiel', 'sy' fan 'hja' en 'kastje' mooglik fan 'kastke'. It Wâldfrysk soe yn de neamde gefallen dus de foarkar hawwe. Mar oarsom falt te ferwachtsjen dat bygelyks 'romte' , 'swerm' en 'sneon' it winne soenen, Klaaifryske foarmen dus. En hoe soe de kar útfalle tusken 'stôk' en 'stok', 'weage' en 'wage' en losse gefallen as 'do'-en 'dû', 'sneon' en 'saterdei'?

Dan soe de FA noch kieze kinne foar dy fariant dy't it fierst fan it Nederlânsk ôfstiet. Mar dan soe de ie-foarm ynienen ek de standert foarmje yn byg. 'personiel' foar 'personeel' (de FA brûkt sels de foarm 'personeel'), soe it fêst minder skreaune 'farve' 'better' wêze as 'ferve' en soe 'riuwe' it folle gongberder 'harke' ferdriuwe.

It lêste prinsipe: wat âlder in foarm, wat 'better'. Dus, dan krije wy bygelyks 'sage' foar 'seage', 'hûzen' foar 'huzen' en 'twintich' foar 'tweintich'.

Ik ha my hjirboppe beheind ta dialektpearen, taspitst op de tsjinstelling eastlik fersus westlik Fryslân. Mar de dialektferskillen besteane ek út oare tsjinstellingen. Om der net yn te ferslaan, jou ik in inkeld foarbyld. 'Heare' of 'hearre', 'damme' neist 'damje', 'neist' en 'nêst', 'baarne' en 'brâne', 'stôk' en 'stok' (allegearre globaal noard-súd-tsjinstellingen).

Mar ek bûten de dûbletten dy't berêste op dialektferskillen is der in weareld oan farianten.

Wer in inkeld foarbyld. 'Feroaringen' of 'feroarings', 'fraach' of 'frage', 'boades' of 'boaden', 'twatalichheid' of 'twataligens', 'earmen' of 'earms', 'learzen' of 'learzens', 'fûler' of 'fûlder', 'wollen' of 'wold', 'nommen' of 'naam', 'dienen' of 'diene', 'knypte' of 'kniep', 'leep' of 'ljip', 'ierappel' of 'ierpel', 'dûbel' of 'dûbeld', 'allinnich' of 'allinne', 'wylst' of 'wilens', 'altiid' of 'altiten' en wer bergen oare gefallen. Soe de Fryske Akademy sá standerdisearje wolle, dan komt der net in standertwurdfoarmelist, mar in standertwurdfoarmewurdboek.

De konklúzje is dúdlik: de FA soe yn pleats fan regel en oarder folsleine gaos kreëarje,mei in monstrum foar 't ljocht komme. En sa'n standertwurdfoarmelist is foar net in minske te learen. Dat jildt alderearst foar de de Frysktaligen: dy moatte net allinnich tûzenen foarmen oanleare, mar like folle ôfleare. En dan sitte se ek noch mei in keunsttaal, dy't fier fan har eigen taalgebrûk ôfstiet. En de Hollânsktaligen dan dy't Frysk skriuwen leare en sa'n ferlet fan in standert hawwe soenen? As se de mûle iependogge, dogge de Frysktaligen om har hinne dat ek, mar dan fan ferbazing oer it frjemde mingtaaltsje dat se om har hinne hearre.

Wêrom Frysk feroarje?

Beste Pieter Breuker, ik kom út Koudum en praat Koudumer Frysk en dêr bin ik grutsk op. Mar de minsken út Warkum, Starum of Âldemardum sprekke sommige saken wat oars út. Dat fyn ik prachtich. At ik in wâldpyk praten hear of ien fan de klaai, dan is dêr niks mis mei. Sels ha ik it gefoel dat sy gever Frysk prate as iksels. Ik bin it dan ek iens mei jo stelling. Wy ha ommers twa moaie griene wurdboeken. Wêrom dan no wer feroarje ? Al myn koarte mails oan freonen besykje ik yn it Frysk te skriuwen, dy Fryske kursus, dat moat al hast wêze. Jo ha in dúdlik stik skreaun yn de Ljouwerter (LC 7 maaie) ! Myn útstel is dat jo takom hjerst mar ris sprekke moatte yn Warns by de betinking.

Ulfert de Jong, Koudum

LEEUWARDER COURANT
17 mei 2013, pag. 34

Oproep aan provincie af te zien van wijziging spelling Fries

LEEUWARDEN – Een groep vooraanstaande Friese schrijvers en wetenschappers roept Provinciale Staten op van een voorgenomen spellingswijziging af te zien.

Op internet en in deze krant is al enige weken een felle discussie gaande over de aanstaande wijziging van de Friese spelling. De Fryske Akademy heeft een aantal veranderingen voorgesteld, nadat zij door de provincie was gevraagd een standaardwoordenlijst op te stellen als basis voor een reeks digitale toepassingen. De veranderingen moesten een einde maken aan een reeks inconsequenties. Op 24 april hebben Provinciale Staten met het voorstel van de Akademy ingestemd.

Volgens de ondertekenaars van de oproep – hoogleraar Goffe Jensma, de (oud-)docenten Pieter Breuker en Henk Wolf en de schrijvers Eeltsje Hettinga, Elske Schotanus, Abe de Vries en André Looijenga – is de Fryske Akademy zijn boekje te buiten gegaan. Ze willen van de leden van Provinciale Staten weten of het hun bedoeling echt was dat de spelling werd veranderd en dat de dialectische verschillen tussen het Wâldfrysk, het Klaaifrysk en Súdwesthoeksk zou wijken voor een standaardspelling.

De briefschrijvers komen met vier bezwaren tegen de spellingswijziging. Het eerste is dat niemand uit het veld van dagelijkse gebruikers erom heeft gevraagd en dat er goed valt te werken met de bestaande, imperfecte spelling. Het tweede is dat de nieuwe spelling eerder moeilijker is dan gemakkelijker en de gebruikers onzeker maakt. Als derde punt geldt dat de nieuwe spelling net zo inconsequent is als de oude. Het vierde bezwaar is dat de nieuwe spelling niet - zoals gesuggereerd - gemakkelijker is aan te leren dan de oude en dat er daarom slechts sprake is van symboolpolitiek.

Verder tekenen de ondertekenaars protest aan tegen de standaardisering van het Fries. Waar nu op schrift gekozen kan worden uit een van de drie Friese dialecten ('dû' versus 'do' bijvoorbeeld, 'rûmte' versus 'romte') is straks nog maar een vorm toegestaan. Een zinloze exercitie, volgens de briefschrijvers, bij een taal die veel gesproken en weinig geschreven wordt.

Schrijvers tegen nieuw standaard-Fries

Gepubliceerd op 17 mei 2013, 07:00
Laatst bijgewerkt op 17 mei 2013, 09:26

LEEUWARDEN - Een groep Friese schrijvers en wetenschappers roept provinciale staten op af te zien van een voorgenomen spellingswijziging van het Fries. Ook zijn ze tegen het invoeren van een nieuwe standaard die dialectische afwijkingen uitsluit.

De Fryske Akademy heeft veranderingen voorgesteld, nadat zij door de provincie was gevraagd een standaardwoordenlijst op te stellen. Op 24 april hebben provinciale staten met het voorstel ingestemd.

Op internet en in de krant is al enige weken een felle discussie gaande over de veranderingen.

Op de foto wetenschapper Goffe Jensma, een van de ondertekenaars.

Meer over deze oproep in de LC van vrijdag

Wjerstân tsjin nije Stavering

17 maaie, 2013 - 12:44

Fryske wittenskippers en skriuwers komme yn aksje tsjin de foarnommen feroarings yn de Fryske stavering. Se roppe provinsjale steaten op om ôf te sjen fan de feroarings. Under de ûndertekeners fan de oprop binne heechlearaar Goffe Jensma, âld-heechlearaar Pieter Breuker en skriuwers lykas Eeltsje Hettinga en Abe de Vries.

Provinsjale steaten hawwe yn in gearkomste op 24 april ynstimd mei ferskate feroarings dy't de Fryske Akademy foarsteld hiene.

De Akademy is kommen mei in standertwurdlist foar it Frysk en hat dêrfoar in tal oanpassings dien. Sa wurdt it wurd televyzje tenei mei in 'f' skreaun en wurdt de oe-klank yn it Frysk mei in û skreaun (droech wurdt drûch). De groep Fryske wittenskippers en skriuwers is it dêr net mei iens. Neffens heechlearaar Goffe Jensma is it it belangrykste dat de provinsje it skriuwen yn it Frysk befoarderet. Om dat te berikken soe der in nij Nederlânsk-Frysk wurdboek makke wurde moatte.

http://www.omropfryslan.nl/nijs/wjerstan-tsjin-nije-stavering

Transkript fan radioynterview mei Jannewietske de Vries
Omrop Fryslân Radio, 17 maaie 2013

OF = ynterviewer Omrop Fryslân
JdV = Jannewietske de Vries

JdV:
Ik bin sels dwaande mei de Fryske Akademy, want der moat in advys komme fan de Fryske Akademy en dy he der ek ferstân fan, folle mear as wy yn 'e Steaten en yn it kolleezje en ik ha de Fryske Akademy oproppen om mei de skriuwers en wittenskippers en ek mei it ûnderwiisfjild om 'e tafel te gean. Wolst natuerlik ek in stavering ha dy't draachflak hat. No, it belangrykste is dat dat gesprek plakfynt en dan sjogge wy wer.

OF:
Ja, der soe praat wurde oer sa'n standertwurdlist, hin, dat der dus ien Fryske taal komt wêr't dat gjin romte mear wêze soe foar dy dialekten. Annigje Toering fan 'e FNP dy seit, sa't it no troch de wittenskippers en skriuwers yn 'e perse brocht wurdt, sa sit it helemaal net, dêr he wy noch helemaal net oer besletten. Hoe sit dat neffens jo?

JdV:
Nee, it giet wol om in standertwurdlist, mar de romte foar dialekten is der gewoan. Hin, dus oft minsken no <romte> brûke wolle of <rûmte>, dat kin allebeide. Mar sa'n standertwurdlist is hannich, ek asto text-to-speechsystemen, hin, nije technologyske helpmiddels hast, 't is hannich datsto wol list hast dy'tst ynfiere kinst. Dêr hat dat ek mei te krijen. Mar ik tink dat der in heel soad romte is om dêrnei te sjen en ik ferwachtsje ek fan 'e Fryske Akademy dat dy dat op in goede wize oppakt.

OF:
Ja, wat fine je fan de hiele diskusje?

JdV:
No ja, better let as net, soe 'k sizze, hin, want wy wienen al in ein op 'en paad, mar ik tink dat it belangryk is dat minsken meidogge. Dat jout ek oan dat de taal ús oangiet en ek dat de stavering ús oangiet, dus dat wy dêr mei-elkoar wat fan fine, dus dat fyn ik in goeie saak.

OF:
Goffe Jensma sei by ús op 'e radio fan "No, wat echt belangryk is, dat de minsken wer oan 't skriuwen geane yn 't Frysk en dêrfoar soenen wy echt in nij wurdboek he moatte, Nederlânsk-Frysk. Dêr soenen wy eins folle mear op ynsette moatte, dat soe folle mear gefolgen he as sa'n standertwurdlist. Wat fine jo dêrfan?

JdV:
Ja, sjoch, in standertwurdlist is ien ding, mar der is folle mear noadich om de taal fitaal te hâlden en by de tiid te hâlden. Mar dêr binne ek goeie boeken foar noadich, mar ek goeie wurdboeken en ek dat is in produkt wat de Fryske Akademy levert, wurdboeken.

OF:
Ferrast it jo dat nei it beslút fan Provinsjale Steaten op 24 april, dat der safolle kommoasje achterwei komt?

JdV:

Nee, want taal en stavering, dat giet ek sa ast de Nederlânske spelling feroarest, dat jout altyd emoasjes en dat ropt fan alles op, dus ik fûn it ek al opfallend stil, ik tink: "Wêr bliuwe se no?"

OF:
Ja, dus wat dat oanbelanget, hienen jo dit wol ferwachte?

JdV:
Ja.

OF:
Hoe giet it no fierder yn jo betinken?

JdV:
Ik tink dat der goed oerlis plakfine moat mei de ferskillende belanghawwenden, hin, minsken dy't de taal ek brûke en dat wy dan ta in goed droegen advys komme en dan kinne Provinsjale Steaten dêr in beslút oer nimme.

De parse stjert, de macht wurdt machtiger

De kontrolearjende funskje fan de media ferdwynt yn heech tempo. De macht hat hoe langer hoe mear frij spul. By (regionale) kranten, radio en tillevyzje moat foar in dûbeltsje en in grypstoer in produkt makke wurde. Tariedingstiid is der net. Minskkrêft om saken út te sykjen ek net. Dat is de terreur fan de merk, dy't seit dat de boarger ek wol earne oars syn ynformaasje – fergees – krije kin. Ja, nijs is der wol. Nijs is simpel. Mar binne tsjutting, analyse, ûndersyk, útplúzje, net like belangryk? Of noch belangriker?

De taalellinde fan de ôfrûne wiken is tige yllustratyf. Kranten witte sels net mear wêr't se it oer hawwe. Kinne útstellen foar staveringsferoaringen net ûnderskiede fan ferplichtsjende standertwurdlisten. Sette ferkearde koppen boppe stikken. In radioman tinkt dat it nergens oer giet, "in pear wurdsjes". Opinystikken blike in moanne âld te wêzen en elke relevânsje al kwytrekke te wêzen op it stuit fan publikaasje. Krityske boargers skriuwe har de fingers blau, mar it komt net oan. De media, nochrisom, hawwe har kontrolearjende funksje ferlern. Want eins soene dy media har de fingers blau skriuwe moatte.

Nijs, dat is noch it iennichste. En nijs is útsoarte sels ek amusemint wurden. Hoe dreger in krante it krijt, hoe mear amusemint er bringt. Mei as gefolch: dy krante krijt it nóch dreger. Moat in omrop mei minder jild ta? Mear amusemint! En mear ergernis, mear ûnkunde, mear kletsika. By elk ûntslach by krante of omrop gniist de macht. Dy't sels wol útmakket wat belangryk en goed is, ommers.

Fynt it presidium fan Provinsjale Steaten – de sammele fraksjefoarsitters – in útstel fan de Fryske Akademy om de Fryske taal op syn kop te setten net belangryk genôch om oan 'e oarder te stellen yn de kommisjegearkomste? Wylst oars werklik elke skeet oan 'e oarder steld wurdt yn kommisjegearkomsten?

Sorry, sizze de media dan, dat ha wy blykber efkes mist. Nee, se sizze net ienris 'sorry'. Ek dêr ha se net genôch fte's mear foar. That's life, folks.

Geplaatst door Abe de Vries op 09:12

Klink dan en staverje
Te Gast

Dat de Fryske stavering op guon punten feroarje sil, is grif net ien ûntgien. Yn somtiden (fierste) grutte wurden is it probleem troch in oantal skriuwers op blogs en yn 'e krante nei foaren brocht. Neffens Pieter de Groot yn syn kollum wiene dy reaksjes de lette kant neist, in timing dêr't er himsels as kranteman blykber net ûnder beflapt.

Dat dy reaksjes sa let kamen hat mear te krijen mei it minne kommunikaasjebelied fan de provinsje as mei de skriuwers, sa bin ik fan betinken. Mar hoe sit it mei de oplossing? Want om fanwegen alle krityk alles mar by it âlde te litten, giet my ek wat te fier.

Taal feroaret. De stavering makket dêrop gjin útsûndering. Fansels snap ik bêst dat feroarings foar ûnrêst soargje. Mar dat nimt net wei dat elke ferbettering der ien is.

De provinsje wol ommers in aktiver taalbelied fiere, fral ek nei it ûnderwiis ta. En in soad bern (ik tink hjir oan de bern dy't net sa maklik leare) binne holpen mei konsekwint tapaste regels. Om dy reden bin ik der bepaald net op tsjin dat der wat efterstallich ûnderhâld útfierd wurdt.

As it dan mar, lykas sein, konsekwint dien wurdt en wy straks net oanklaud sitte mei dochs wer in oantal útsûnderingen. Hjir moat neffens my goed om tocht wurde, oars sjitte wizigings har doel foarby, tink mar oan dy tusken-n yn it Nederlânsk, dy't soms wol en dan wer net skreaun wurde moat.

Dat by it trochgean fan de foarstelde feroarings âlderen tiid nedich binne om oan nije wurdbylden te wennen moatte wy dan mar foar leaf nimme, tinkt my.

Tagelyk wurdt praat oer it ynstellen fan in standertwurdlist. Op himsels hoecht it ynstellen dêrfan gjin beswier te wêzen, elke taal hat sa'n foarkarlist. In standert foarmet in stevige rêchbonke en dy kin in bedrige taal as it Frysk wol brûke. Op in pear betingsten nei, wat my oanbelanget.

It is al in stap yn de goede rjochting dat neist it haadwurd de oare, ek goed skreaune foarmen opnommen wurde kinne. Myn noed sit op de útwurking nei de staveringshifker ta. Want as it der op de kompjûter op útdraait dat allinnich de haadfoarm goed rekkene wurdt, snije oare foarmen ûnder. En dat moatte wy net wolle.

Om dy reden soe ik foarstelle wolle, sjoen de foardielen fan beide opsjes, oan de brûkers de mooglikheid te jaan de hifker yn te stellen op de standert of krekt net.

Lykas sein, taal feroaret. Dat heart by in libbene taal, allinnich deade talen bliuwe stekken yn de tiid. Dat it Frysk noch mar faak feroarje mei!

KOOS TIEMERSMA, e-boekskriuwer ûnder de namme Froon Akker

Standertwurdlist sinleas gepruts

De útkomst fan it gepiel mei de Fryske stavering skreaut om satire, fynt skriuwer Hylke Speerstra. „It liket wol dat achter de swiere muorren oan de Doelestrjitte him in taaliban ferskûlet dy't him drok makket oer oaremans skriuwflaters, mar fersûpt yn eigen tinkflaters."

HYLKE SPEERSTRA

It megaprojekt hat syn beslach krigen. *Dûm* krijt de foarkar boppe dom. It binne dus net allinne de dommen dy't it ark brekke. Skoan te begripen dat it gros fan myn Fryske kollega-skriuwers de straal yn hat. De taal is ommers it ark dêr't se de ferbylding mei oproppe. Dat der no in pear *'drûchkloaten'* komme dy't sa knoffelich mei dat ark omgeane! Mar haw gjin noed, skriuwers-lotgenoaten: Nim dizze kommaneukerij net serieus. Bodzje gewoan troch yn ús sa rike taaltún, dêr bliuwt genôch ferskaat oan kleur en geur oer. Bliuw jimsels, dan sille jim lêzers harren der ek net om bekroadzje.

En foar de linguistyske wûnders dy't dit alles betocht ha en wilens fan skriuwers en skoalmasters al genôch skoppen ûnder de *kûnt* krigen ha, dizze rie: Kom ris wat mear ûnder de minsken. Koartlyn noch rôp de Amerikaanske auteur Thomas Wolfe de gauris te isolearre wurkjende skriuwers en taalgelearden yn The Times dit ta: 'Out of the building!'

Der wurdt grute dat der 2261 manoeren (jawier, se hawwe in prikklok by de Fryske Akademy) yn it feroarjen fan de Fryske staveringsregels stutsen binne. De bûtenwacht moast begripe, der soene allinne mar in pear ynkonsekwinsjes út de Fryske stavering helle wurde. En no blykt, de âlde Luther (of wie it Goethe?) krijt wer ris gelyk: 'Jede Konsequenz führt zum Teufel.'

It sinleaze gepruts oan in standertwurdlist is op himsels net in ramp, mar kin wol sjoen wurde as de koartsútslach fan in taal yn fersukkeling. Wy soene ús dêrom earder drok meitsje moatte om it achterlizzende ûnheil: It laffe en stjoerleaze provinsjale taalbelied; de net optimale gearwurking tusken de ynstituten Tresoar, Afûk, Fryske Akademy en provinsje; it jier op jier jildfergriemen oan taal- en boekeprojekten dêr't hielendal neat fan op 'e hispel komt. Alteast, salang't men harren djoere projekten net as wurkferskaffing beskôget.

Genôch personeel, genôch jild ek, mar te min kreativiteit. Mocht der al in goed idee oer 'Het Bureau' (lês Voskuil) sweve, dan rûke je al it benaude swit. Want wa moat it idee stal jaan? En hoe? Nee, neat leaver as oer bewende paden fierder toffelje. Under it feandel: 'Mar sa ha wy it altyd al dien.'

Yn wurd en notysje haw ik my de ôfrûne trije jier op persoanlike titel op Provinsjehûs en by de ynstituten kritysk hearre litten. Faker as ien kear. Der waard ja knikt, en dêr bleau it by. In wurdfierder fan de Akademy kaam noch mei it sterkste ferwar, al kaam it der wat ûnwis út: 'Wat wy mei de standertwurdlist dogge, is de ferantwurdlikens fan de provinsje.'

De ferskraling rint lykop mei it fersloeren fan ús lânskip

Fansels sil it Frysk-taalkundich burokratysk kompleks yn dizze faze net samar mear in stap tebek dwaan. De steaten hawwe ommers ja sein, faaks moadebewust 'ik ûnthjit' roppen, sûnder te witten dat se it Frysk opskipen mei in sinleas wanskepsel. Is hjir no sprake fan politike luiens, dôfhûdigens of pûre *dûmens*? Sis it mar.

De steaten hawwe it wilens oer ús en harrensels ôfroppen: men wurdt tenei op *Krûmwâl* berne, rint kâns yn *Ûntsjerk* op te groeien, leit de holle foargoed del yn *Drûgeham* en wurdt oan de ierde en de ivichheid tabetroud achter de ûntrochlitbere muorren tusken Bûterhoeke en *Dûlestrjitte*.

Oant safier de satire. De ferearming fan it Frysk, dat is oare *kûke*. It idioom rûgelet ta de taal út, de ferskraling rint lykop mei it fersloeren fan ús lânskip. It giet de taal as grutte lapen greide dêr't blom en krûd aloan mear belies jaan moatte. Mar lit it mar oan de dichter oer hoe't Fryslâns taal en lânsdouwe yn muze en protest, mei-inoar ferbûn binne, en tagelyk inoarrens lotgenoat binne. Dêrom ta beslút de earste strofe fan Eppie Dam syn Skriezeliet (2013):

'Doe't de grienens kaam om Jorwert
alles grizer waard yn Holwert
en de skrouskens foel oer beide,
stie de kening fan 'e greide
skellend op syn hikkepeal
Om it fjild sa luzich keal.'

SPELLRELLUHHHHH!

Er komt een standaardwoordenlijst voor het Fries. En er komt een wijziging in de spelling van het Fries. En dat betekent: spelrellen!

SPELLINGSWIJZIGING. Proef dat woord. Dat is net zoiets als SHARIA. Dan trekt er een rood waas voor de ogen van voor- en tegenstanders. Op FACEBOOK, BLOGS, in de LC, alom klinkt de juichkreet: SPELLRELLUHHHHHH.

HYLKE SPEERSTRAE spreekt zelfs van de TAELIBAN, maar dat is satire. De verstandigste tegenargumenten staan in een stuk van André Looijenga.

Links in de ring: de spelvreemdgangers. Dat zijn taalkundigen van de Fryske Akademy. Gestuurd door de Provincie. Rechts in de ring: de spelweigeraars. Veelal schrijvers met een lijvig ego.

Aangezien ik tot beide groepen behoor, is niemand beter geschikt dan ik om een Salomonsoordeel uit te spreken. Nog los van het feit dat ik altijd strikt objectief ben, in alle bescheidenheid.

De eerste steen des aanstoots is de Standaardwoordenlijst, het Groene Boekje. Zoals het Nederlandse Groene Boekje *meissie* en *wicht* afwijst ten gunste van *meisje*, zo zal het Friese Groene Boekje ook allerlei dialectvarianten afwijzen. Hoor dan dIe schrijvers schreeuwen: VERARMING, VERSCHRALING.

Alsof de politie komt binnenvallen, als je een Fries dialectwoord schrijft. Trouwens, bij de politie weten ze niet eens dat je Fries mag praten. En Fries schrijven kunnen de meeste Friezen zelf niet dus waar lullen we over?

Kortom, als het Nederlands een Groen Boekje heeft, dan ook het Fries! En een mens is vrij om anders te spellen dan het Groene Boekje of de Automatische Spellchecker oordeelt. Of het nu Nederlands of Fries is.

Dan de spellingwijziging. Over de veranderingen bij de spelling van vreemde woorden wordt niet geklaagd, dus dat is akkoord. Blijft over de spelling van de OE. Die wordt alzo: de klank OE wordt OE als het Nederlands een OE schrijft, en anders Û. Daardoor veranderen een paar woorden: DROECH wordt DRÛCH, NOEGJE wordt NÛGJE. Nou, gun de schrijvers een fanta en laat die woorden intact door ze als uitzonderingen te behandelen. Per slot van rekening is spelling nooit consequent.

Ach wij taalkundigen. Wij zijn als astronomen die met sterrenbeelden de toekomst moeten voorspellen. We zijn als scheikundigen die lood in goud moeten veranderen. Of goud in lood. Het is immers lood om oud ijzer.

Eric Hoekstra, mobiele eenheid taalkunde bij de spelrellen te Leeuwarden

http://www.ensafh.nl/?p=31705

Pieter Breuker on **19 maaie 2013 at 10:26** sei:

Bêste Eric,

Ek yn de wittenskip datst in column skreaun hast: dyn argumintaasje koe better. Ik lit it yn myn reaksje by dialektfariaasje, de taal sels dus. Oaren moatte mar oer de stavering gear.
De posysje fan de dialekten is yn it Standertnederlânsk hiel oars as yn it Frysk. Hoewol't histoarysk sjoen uteraard ek yn it Standertnederlânsk dialektfoarmen opnommen binne, ferbynt no gjin minske mear it Standertnederlânsk mei dialekten, krekt oarsom: it hjoeddeiske S. is just net dialektysk en wol dat ek net wêze, taalkundich noch sosjaal. Dat is mei it Frysk krekt oarsom. Yn it Standertfrysk (better: skreaune Frysk) hawwe de dialekten noch altiten in tige grut plak, dêr't ek de 'gewoane taalbrûkers' har yn weromfine kinne.
Dan it (mar) iene foarbyld datst neamst: 'meissie' en 'wicht' neist 'meisje'. Alderearst binne 'wicht' en 'meisje' hielendal net synonym (sjoch Van Dale der mar op nei). Dat it GB it wurd 'wicht' net opnimt, hat neat te krijen mei standerdisearring, dus mei foarkar foar in bepaalde foarm. It GB jout mar in part fan de Nederlânske wurdskat. En wat der dan al yn stiet, hat net de status fan befoardielde foarm. Yn de 'Inleiding' fan it GB stiet: 'De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.'
It GB is neat oars as in útwurking op wurdnivo fan de besteande staveringsregels foar it Nederlânsk. It GB feroaret de stavering net, it jout gjin foarkarsfoarmen (wat de FA foar it Frysk dus beide ek noch wol). 'Meissie' kin ik koart oer wêze: it is ien fan de op syn minst fjouwer útspraakfarianten fan 'meisje' en wurdt fansels net opnommen yn it GB.
En dan ta beslút it foarnaamste. Hoesa sil 'het Friese Groene Boekje ook allerlei dialactvarianten afwijzen'? Ik ha tsjin sa'n operaasje wol in stik as sân arguminten ynbrocht, taalkundich en sosjaal (sjoch byg. LC fan 7 maaie l.l. en http://www.demoanne.nl). Ik sil pas fan myn ûngelyk oertsjûge wêze as dy arguminten wjerlein wurde.
As de FA en de provinsje har plannen trochdriuwe, dan is der, wer oars ast ús foarhâldst, foar skriuwers hielendal gjin frijheid. It ûnderwiis en it amtlik ferkear moatte har hâlde oan it Fryske Griene Boekje (dat dus, ik herhelje it, gjin Grien Boekje is, mar folle mear), oare taalbrûkers sille op 'e doele brocht wurde, taalkundich en mentaal ('Wat moat ik no?').
Ik soe sizze: meitsje in (digitaal) Frysk Grien Boekje, op basis fan de besteande staveringsregels en lit it dêrby. Wa't ferlet fan ynformaasje oer de taal sels hat (sil/moat/wol ik no 'dom' of 'dûm' skriuwe?), dy kin telâne yn it besteande (digitale en fergees beskikbere) wurdboekmateriaal (it WFT foarop). Meitsje in nij (digitaal) wurdboek Frysk-Nederlânsk, dat like ryk oan synonimen en idioom is as it nije Hânwurdboek Frysk-Frysk.

Mei hertlike groetenis,
dyn âld-RuG-kollega Frysk Pieter Breuker

-

Pieter Breuker on **19 maaie 2013 at 11:15** sei:

Lês yn myn lêste rigel: 'wurdboek Nederlânsk-Frysk'.

Pieter Breuker

Hoe zit het nu precies met die Friese spelling?

De afgelopen weken is er in de Friese media en op internet heel wat afgediscussieerd over het wijzigen van de officiële Friese spelling. Daarbij zijn ook wat misverstanden ontstaan. Ik wil hierbij over tien belangrijke zaken klaarheid verschaffen.

1. Dit is een discussie, geen strijd

De wijzigingsplannen zijn bedacht door vier medewerkers van de Fryske Akademy. Dat zijn vier uiterst kundige en Friesgezinde mensen, die een groot aantal heel mooie nuttige boeken hebben geschreven. En het zijn ook nog eens erg aardige kerels. Geweldsmetaforen, zoals ik die wel heb gelezen, zijn in deze inhoudelijke discussie wat mij betreft volstrekt misplaatst. Wat we doen, is discussiëren over iets waar we allemaal verstand van hebben, alleen doen we dat deze keer niet in een vaktijdschrift, maar in kranten, in tijdschriften en op websites. Doel van de discussie is het Fries als schrijftaal zo sterk mogelijk te maken. Het Fries gaat me aan het hart en ik voel het als een morele plicht aan die discussie mee te doen.

2. Het commentaar is gericht aan de provincie

Verschillende mensen hebben me gevraagd waarom ik niet eens met de Akademy-mannen in gesprek ga. Ik heb met twee van hen over de plannen gesproken en dat zal vast nog wel eens gebeuren. Maar hen wil ik niet overtuigen. Provinciale Staten stellen de spelling vast, niet de Akademy. De Staten hebben in mijn ogen een slecht besluit genomen en daar wil ik ze met argumenten van overtuigen, zodat ze erop terugkomen.

Gedeputeerde Jannewietske de Vries zei op 17 mei voor de radio: "De Akademy hat der folle mear ferstân fan as wy yn 'e Steaten en yn it Kolleezje. Ik ha de Fryske Akademy oproppen om mei de skriuwers en wittenskippers en it ûnderwiisfjild om 'e tafel te gean. It belangykste is dat dat gesprek plakfynt en dan sjogge wy wer." De gedeputeerde legt nu de verantwoordelijkheid voor de spellingsplannen bij de Akademy en de critici en verklaart de provincie zelf incapabel om een besluit te nemen. Daar ga ik niet in mee. Ik verwacht dat de Statenfracties, die gespecialiseerde woordvoerders, betaalde fractiemedewerkers en ondersteuning van een kundig ambtenarenapparaat hebben, zich zodanig in de materie verdiepen waar ze over moeten oordelen, dat ze dat weloverwogen kunnen doen. Ik vind ook dat de spelling zo veel mensen raakt dat de discussie in de openbaarheid moet plaatsvinden, zodat iedereen eraan kan deelnemen.

3. De spellingswijziging is wel en niet besloten

FNP-Statenlid Annigje Toering zei op 17 mei voor Omrop Fryslân Radio: "It is net sa dat de Steaten al ta dy Standertlist besluten ha" en "Der is noch helendal net in beslút nommen oer dy staveringswizing, dat beslút moat noch troch de Steaten nommen wurde." Formeel is niet helemaal duidelijk of er al tot de wijziging is besloten, het is maar welke tekst je erbij pakt. Wel is duidelijk dat de Staten er na 1 oktober definitief over zullen besluiten. De Akademy en de Staten beschouwen dat tweede besluitmoment blijkbaar als een formaliteit, want in dokumint 10Ba fan de Steategearkomste fan 24 april staat: "[De Akademy-meiwurkers] achtsje de kâns dat der noch oanfoljende oanpassings komme sille hiel lyts, mar kinne it net útslute. Sadwaande wurdt Provinsjale Steaten frege no yn te stimmen om foarlizzende staveringsoanpassingen troch te fieren en oan it ein fan it trajekt definityf yn te stimmen mei

de nije staveringsregeling (yn de foarm fan in nije staveringsoardering) en it ynlûken fan de twa âlde oarderings."

In het verslag van de Statenvergadering van 24 april staat dat de Staten hebben besloten het advies van de Akademy "fêst te stellen en yn te stimmen om de wizigings yn de staveringsregel troch de fieren". Verder krijgt de Akademy de opdracht de Standertwurdlist op basis van de nieuwe spellingregels te schrijven. In het advies van de Akademy wordt de mogelijkheid open gelaten dat er na 1 oktober nog aanvullende wijzigingen in de officiële spelling worden aangebracht. Gedeputeerde De Vries zegt volgens het vergaderingsverslag in de Staten toe dat de nieuwe spelling "mei direkte yngong" wordt ingevoerd. Je kunt uit de wat contradictoire documentteksten halen dat de Staten nu al tot een voorlopige spellingwijziging hebben besloten, je kunt er ook uit lezen dat de Staten hebben besloten de spelling met eventuele verdere wijzigingen pas na 1 oktober te wijzigen. Dat de wijziging slechts een optie is waarmee hoogstens rekening wordt gehouden is echter niet in overeenstemming met de inhoud van de officiële stukken.

4. De spellingswijziging is niet verwaarloosbaar klein

De betrokken Akademy-medewerkers en politici geven in de media de indruk dat de spellingswijziging niet zo veel voorstelt (o.a. hier en hier). Van de veel gebruikte woorden zouden alleen "útnoegje" en "droech" veranderen. Daarmee wordt er over de wijziging in mijn ogen te luchtig gedaan: ook heel gewone woorden als "spoek", "koese", "ieu", "televyzje" en "ynvalide" veranderen – en dan noem ik er maar een paar. Anne Dykstra zegt op 28 april voor Omrop Fryslân Radio: "It is in kwestje fan wennen. At wy no it wurk fan Gysbert Japiks sjogge, dan sjogge wy dêr ek heel raar tsjin oan, mar at je der even yn trochlêze, dan tinke je: 'O, dit is syn systeem' en dan snappe je dat wol". Dykstra heeft gelijk dat de wijzigingen het tekstbegrip van de geoefende lezer niet direct in de weg staan, maar ziet over het hoofd dat degenen die het Fries nog niet vloeiend lezen en schrijven de wijzigingen wel als groot ervaren, doordat ze het voor hen essentiële woordbeeld verstoren. Hij vergeet ook dat niet alleen het aantal woorden waarvan de schrijfwijze verandert de impact van de wijziging bepaalt, maar dat ook de wijziging an sich daaraan bijdraagt; woorden kunnen op basis van de nieuwe regel namelijk hun oude schrijfwijze houden, maar toch onzekerheid oproepen bij het schrijven. Schrijvers vertrouwen niet meer op hun woordbeeld. De meerduidigheid van de nieuwe regels, die ik hieronder zal toelichten, draagt nog eens extra bij aan die onzekerheid. Ik betwijfel al met al of de woordenlijstmakers en beslissers zich de omvang van de wijziging wel voldoende bewust zijn.

5. Het gaat niet om een Fries Groen Boekje

Het Nederlandse Groene Boekje heeft geen enkele officiële status. Het is niets meer dan een illustratie van de spellingregels die minister Van der Hoeven in 2005 bij ministerieel besluit heeft vastgesteld. De Friese Standertwurdlist wordt in de media vaak 'het Friese Groene Boekje' genoemd, maar zij krijgt wel degelijk een verplichtend karakter. In het door de Staten vastgestelde advies van de Akademy staat dat de Standertwurdlist "oan oerheidspersoniel yn Fryslân foarskreaun wurdt" en ook dat zij in het onderwijs verplicht wordt gesteld.

Er is nog een verschil tussen het Groene Boekje en de Standertwurdlist. De laatstgenoemde is namelijk geschreven op basis van regels die allesbehalve eenduidig zijn. Alleen al wat betreft de keuze tussen <oe> en <û> zijn er talloze onduidelijkheden. Een handjevol daarvan heb ik

beschreven in een column op demoanne.nl. De medewerkers van de Akademy zeggen dat er zo'n veertig van zulke woorden een nieuwe schrijfwijze krijgen. Misschien is dat zo, maar dat betekent dan dat zij de regels op zo'n manier interpreteren dat er zo weinig mogelijk verandert. Die interpretatie is tamelijk willekeurig en niet bij voorbaat helder voor de Friesschrijver. Ook de keus om in "provyzje" en "televyzje" het woord "fisy" te zien (want zo spellen de vertaalwoordenboeken van de Akademy dat woord), is discutabel. Deze hoge mate van subjectiviteit van de Standertwurdlist ontbreekt in het Groene Boekje.

De Standertwurdlist is al met al niet de handige illustratie van redelijk eenduidige regels die het Groene Boekje is, maar een subjectieve interpretatie van dubbelzinnige regels, die dwingend wordt opgelegd.

6. Het gaat niet alleen om spelling

Er is nog een essentieel verschil tussen het Groene Boekje en de Standertwurdlist. Het Groene Boekje laat zien hoe we woorden moeten schrijven, maar het spreekt zich uitdrukkelijk niet uit tegen het gebruik van bepaalde woorden. De schrijvers ervan hebben natuurlijk niet elk Nederlands woord opgenomen. Daarvoor zijn er gewoon te veel woorden. En ze zijn ook wel eens een woord vergeten. Er is echter geen overheid die zegt dat ambtenaren alleen de voor opname geselecteerde woorden mogen gebruiken. Sterker nog, de Rijksoverheid bemoeit zich helemaal niet met taalnormkwesties. Een ambtenaar die wil schrijven dat het 'waaide', die is daar vrij in en een collega die liever schrijft dat het 'woei', die kan ook z'n gang gaan, zolang hij dat maar volgens de officiële spellingsregels doet. De Friese overheid laat daarentegen een woordenlijst samenstellen waarin bepaalde woorden, zoals "romte", met opzet niet worden opgenomen, waardoor ze in het officiële verkeer en in het onderwijs verboden worden. Als gevolg van dat verbod, zo staat er in het Akademy-advies, "sille alle offisjele stikken en brieven ienheid fan taal sjen litte. [...] Bûten it offisjele ferkear en it ûnderwiis hat elk it frij om fan 'e standert ôf te wiken. [...]Der sil dus in kar makke wurde moatte út de farianten dy't yn 'e ûnderskate Fryske dialekten foarkomme, is it 'rûmte' of 'romte'? Foar guon lju dy't it dialektferskaat heech ha sil de iepen doar dêr faaks tichtgean."

Gedeputeerde De Vries bestrijdt op 17 mei voor Omrop Fryslân Radio het verplichtend normerende karakter van de Standertwurdlist. Ze zegt: "Nee, it giet wol om in standertwurdlist, mar de romte foar dialekten is der gewoan. Dus oft minsken no 'romte' brûke wolle of 'rûmte', dat kin allebeide." Dat verbaast me, want het Statenbesluit zegt iets anders, net als de Akademy-medewerkers.

Zie voor een toelichting op dit punt de open brief aan Provinciale Staten, die we met tien professionele taalgebruikers in de Leeuwarder Courant van 3 mei hebben gepubliceerd. Zie ook deze column die ik op It Nijs heb gepubliceerd en dit opiniestuk van Pieter Breuker uit de Leeuwarder Courant.

7. De spellingwijziging heeft heel vervelende consequenties

Ik heb de afgelopen weken van verschillende kanten te horen gekregen dat ik me beter stil kan houden, want dat al die commotie over de Friese schrijftaal mensen alleen maar demotiveert om Fries te schrijven. Dat effect kan zo'n openbare discussie inderdaad hebben en ik uit me alleen omdat ik denk dat het doorvoeren van de wijzigingen nog veel

vervelender consequenties kan hebben. Ik ben bang dat de goedwillende mensen bij de Akademy en in de politiek die consequenties onderschatten. De consequenties staan beschreven in diverse stukken (o.a. link1, link2, link3). Een ervan is dat woorden in nieuwe teksten onvindbaar worden in bestaande woordenboeken, terwijl woorden uit bestaande teksten weer niet in nieuwe woordenboeken staan. Een andere is dat dat niemand, ook docenten niet, straks meer weet op woordbeeld weet wat correct is, terwijl de nieuwe regels meerduidig zijn. Leerders raken in de war doordat er nog jarenlang in meerderheid boeken in de oude spelling zijn. Er blijft dan niets anders over dan elk woord op te zoeken of elke tekst door de – toch nooit erg betrouwbare – elektronische staveringshifker te laten beoordelen. Dat schrikt niet alleen de beginnende of aarzelende Fries af om te schrijven, maar ook al die professionele taalgebruikers, al die net bijgeschoolde onderwijzers, al die pabo-studenten die met veel moeite hun foech Frysk hebben gehaald en al die ambtenaren op gemeentehuizen die hun best doen om bij te dragen aan een klantvriendelijk volgend taalbeleid. Schrijvers gaan de nieuwe spelling boycotten en er ontstaat jarenlange spellingchaos, zoals we in het Nederlands zien met de officiële Groene spelling en de officieuze Witte spelling. De spellinguniformiteit die na decenniumlange concurrentie tussen de Steatestavering en de systemen van Tony Feitsma en Trinus Riemersma eindelijk een feit is, is in een klap weg. Friestalig leermateriaal moet herdrukt worden in de nieuwe spelling en de vraag is of dat gebeurt.

8. De spellingwijziging is onnodig

De spellingwijziging is op twee manieren onnodig.

Ten eerste. De Akademy-mensen hebben terecht geconstateerd dat de spellingpraktijk niet helemaal aansluit bij de officiële regels. Volgens de officiële spelregels moeten we voor de keuze tussen <û> en <oe> kijken naar het middeleeuwse Fries. Zo zouden we “pûs” moeten schrijven en niet “poes”, omdat dat woord in de middeleeuwen nog niet voorkwam. Terecht zeggen ze bij de Akademy dat die regel onleerbaar is. Ze kiezen ervoor de regel te vervangen door de regel die in het onderwijs al wordt gebruikt, namelijk: “Schrijf <oe> als de duidelijk overeenkomstige Nederlandse vertaling van het woord ook <oe> heeft”. In het onderwijs werkt die regel, omdat docenten er altijd bij zeggen dat er uitzonderingen op bestaan. Een aantal daarvan komen veel voor, zoals “útnoegje” en “spoek”. Door de regel absoluut te maken, moeten die frequente woorden anders worden geschreven. Het redden van bestaande woordbeelden zou veel makkelijker zijn als de Akademy niet probeerde alles in regels te vatten. Dat doet de officiële Nederlandse spelling ook niet. Minister Van der Hoeven heeft in plaats daarvan een heleboel woorden met <au>/<ou> en met <ei>/<ij> volgens hun ingeburgerde schrijfwijze in een woordenlijst laten zetten. Die lijst – en dat is niet het Groene Boekje – is het officiële spellingvoorschrift voor woorden met die lettercombinaties. Zo is heel pragmatisch het woordbeeld behouden in gevallen waarin geen leerbare regel te geven was.

Ten tweede. Men kan met recht tegenwerpen dat spellingswijzigingen vervelend zijn, maar dat spelling niet altijd hetzelfde kan blijven, aangezien de taal die gespeld wordt zelf verandert en lastig gebleken spellingskwesties op enig moment opgelost moeten worden. Als de spellingswijziging bestaande problemen zou oplossen, zou ik me er niet zo zeer tegen verzetten, maar de spellingswijziging betreft zaken waar ik maar hoogst zelden iemand over hoor klagen. En ik help elk jaar tientallen, zo niet honderden mensen bij het leren van de Friese schrijftaal. Op woordbeeld gaat een heleboel uiteindelijk vanzelf wel goed. De wijziging is niet bedoeld om een probleem op te lossen en ook in die zin dus onnodig.

9. De nieuwe spelling is onvoldoende doordacht

Het advies van de Akademy is zichtbaar onder tijdsdruk uitgebracht en door de Staten vastgesteld. Het bevat fouten. Als illustratie: volgens de nieuwe regels moeten we straks schrijven “wy groeven in gat” en “wy hawwe in gat grûven”. En ook “se droegen harren lot” en “se hawwe harren lot drûgen”. De schrijfwijze <oe> is gereserveerd voor verledentijdsvormen en woorden die in het Nederlands ook <oe> hebben, waardoor de voltooide deelwoorden “drûgen” en “grûven” een <û> krijgen. Dat betekent dat studenten moeten nadenken over de vraag of ze een verleden tijd of een voltooid deelwoord voor zich hebben, voor ze de juiste vorm kunnen opschrijven. Ook volgens de Akademy-mensen was dat niet de bedoeling, maar zonder kritische ogen waren ambtenaren en onderwijzers wel verplicht geweest zich bij die regel neer te leggen. Verwarrende woordparen als “profyzje”/”provisoarysk” en “refyzje”/”revisearje” zijn vast ook niet de bedoeling.

10. Ik kan en wil ongelijk hebben

Ik ben geen jurist. De mensen die in het openbaar over de Friese schrijftaalkwestie hebben geschreven zijn dat geen van allen. We hebben verstand van taal, cultuur, onderwijs en wetenschap, niet van wetten. Misschien snappen we zaken niet goed. Als dat zo is, als de Standertwurdlist niet verplicht wordt, als de spellingswijziging niet is besloten en niet wordt besloten, dan schrijf ik met alle liefde een mea culpa. Ik zou het zelfs erg prettig vinden als bleek dat het eigenlijk steeds de bedoeling was dat alles bij het oude zou blijven.

It Staverkadaver – 'It is gjin polityk bedriuw blikstjinders' – Part II

Ljouwert (22-05) – *De Fryske Akademy is troch deputearre Jannewietske de Vries frege om it foartou te nimmen by it op priemmen setten fan in temabyienkomst oer de Fryske staveringskwestje, in gearsit, ûnder mear ornearre foar Steateleden, it Skriuwersboun, leden fan de Akademy en in groep fan (taal)wittenskippers en skriuwers dy't har net allinne tsjin de staveringsferoaring én de nije taalnoarm (yn de foarm fan dialektseleksje) keart, mar dy't ek fan betinken is dat de Provinsje it beslút oangeande de Staveringsferoaring weromdraaie moat.*

It is lykwols bespotlik dat de Fryske Akademy dy't al in jier te set wie mei de staveringswiziging no pas mei in harksitting op 'e lappen komme sil om te hearren wat it fjild fan har plannen tinkt, wylst, noch folle beroerder, oer dyselde staveringsferoaring, ein april, yn de Steaten al in (advys-)beslút naam is. Mmm…. sa'n gong fan saken, it hat de politike alluere fan in bananerepublyk.

Undúdlik is ek hoe't it komt mei it foarnimmen fan it bestjoer fan it Skriuwersboun dat earjuster (20-05) op har website oankundige om in soartgelikense gearkomste – 'in ynfojûn en foarumdiskusje' – oer de staveringskwestje op tou te setten as dy fan de Akademy.

It Skriuwersboun spilet sawiesa in nuvere en frjemde rol. It bestjoer lit bygelyks witte dat 'se in fasilitearjende partij is dy't polityk, wittenskip en de Fryskbrûkers mei-inoar yn petear [bringe wol]', mar datselde bestjoer dat de belangen fan de leden heart te behertigjen, wegeret om syn leden te skewieljen mei dy ynformaasje dy't nedich is om elk, frij en ûnôfhinklik, syn/har eigen oardiel yn de staveringskwestje meitsje te litten.

Eeltsje Hettinga, 22-5

Stavering, taalwittenskip en automatisearring

BOUKE SLOFSTRA - Automatisearring, dêr sit de oast yn alle opskuor en trelit oer de stavering. Om myn part sizze jo *automatisearing*, en skriuwe jo it sa. Mar ûnthâld it wurd. Want tsjintwurdich is de wurdboekerij net mear in kwestje fan kaartsjes dy't by de A begjinne en by de W ophâlde, mar fan digitale bestannen dêr't jo alles yn fine kinne wat jo sykje wolle. Dat it *moat* hast wol sa wêze dat de Fryske Akademy, fleurich oan it wurk om in Grien Boekje te meitsjen, oer de ynkonsekwinte stavering fan 'e *û*-lûden stroffelt. De Fryske *û*-lûden binne om sa te sizzen ferlykber mei de Hollânske tusken-*n*. It probleem wurdt ynienen aaklike sichtber en wat moat men dan dwaan?

Miskien moat men hielendal neat dwaan en it probleem sa litte. Miskien is dat better as it nijste staveringsútstel. Guon minsken, bygelyks Henk Wolf en Pieter Breuker, ha nijsgjirrige arguminten jûn. Of miskien moat men wat better en langer prakkeseare en it op 'en nij besykje. Hoe slim soe dat wêze? Hoe slim driuwt sa'n Grien Boekje no eins?

It is yn alle gefallen in goed ding om te ûnthâlden dat de Fryske Akademy ús fijân net is. As we dat hjir ôfprate, wol ik dit stikje wol eefkes dien meitsje.

Ik sil hjir niks sizze oer de *û*-lûden. Dêr hat Henk Wolf al oer skreaun. Ik sil hjir niks sizze oer de 'standert'-foarmen. Dêr hat Pieter Breuker al oer skreaun. Henk Wolf hat ommers besleur oer grammatika en Pieter Breuker wit in soad fan taalferskaat. Elk sines.

Ik sil hjir in lytse fuotnoat bydrage. Dy giet oer it wurd *tillevyzje*. As ik it net mis ha, wurdt *tillevyzje* tenei *tillefyzje*, omdat der ek in wurd *fyzje* bestiet. Alteast, sa wurdt it earne útlein. It grappige fan dat *tillevyzje*-foarbyld is dit: we geane aansten by einbeslút wer werom nei it begjin fan it stik. Automatisearring. Dat sil ik jo útlizze.

Stavering is altyd in kar, mar dy kar wurdt yn it bêste gefal makke op grûn fan *taalkundige* kritearia. En it beswier tsjin *tillefyzje* is dat it boppeneamde argumint taalkundich besjoen net sa sterk is. In *boekebeam* is in *beam*, mar in *tillefyzje* is gjin *fyzje*. Soe it wol sa wêze, dan soe it wurd net ferwize nei in apparaat dat pratende troanjes en fuotbal sjen lit, mar nei in filosofysk fiersicht. Jo soene likegoed de wurden *konverzje* en *ferzje* op ien bulte feie kinne, of *kontraksje* en *traksje*. Der is hieltyd in etymologysk ferbân tusken it lange en it koarte wurd, mar it lange wurd is net gearstald op grûn fan it koarte.

Dat hat, lykas sein, mei taalkunde te krijen, mar ek mei automatisearring. Want de Fryske Akademy hat in stik boartersguod ta syn foldwaan hat wêr't sokke foarbylden samar-ynienen útrûgelje. Dat is har eigen ferneamde Taaldatabank (TDB), op priemmen set troch Arjen Versloot. Der binne yn myn feraldere ferzje 38 wurden (plus farianten) bekend mei in ferlykbere opbou as *tille-vyzje*, bygelyks *ad-verbium, kon-vinsje, mal-versaasje, pro-vosearje, yn-vestearje*, en dan soene jo noch bygelyks *ambi-valint* en *yn-valide* tafoegje kinne. It twadde elemint (krekt nei it streekje) is yn al dy gefallen in Latynsk wurdstikje dat mei in *v* begjint. By in lyts tal wurden is dat wurdstikje 'tafallich' gelyk oan in besteand wurd, mei it ferklearbere ferskil dat dat selsstannige wurd mei in *f* begjint: *tillevyze, revyzje* (ferlykje: *fyzje*), *konverzje* (ferlykje: *ferzje*) en *ynvalide* (ferlykje: *falide*).

De nije stavering soe no *tillefyzje* en *refyzje*, opsmite, as ik my net fersin; mar net *malfersaasje* en *konfinsje*, omdat we gjin *fersaasjes* en *finsjes* hawwe. Der binne tink wol taalkundige arguminten te betinken om it oars te dwaan, mar dat smyt miskien gjin ienfâldich te learen staveringsregels op.

Yn alle gefallen kinne de minsken tsjintwurdich op grûn fan datasamlingen diskusjes oer stavering hâlde.. Ik soe ommers al dy foarbylden sels net út 'e holle optinke kinne; dat docht de TDB no krekt foar my.
Mei help fan dyselde Taaldatabank komme wy boppedat in grappich gefal fan irony op it spoar. It staveringsútstel 'tillevyzje' is it spegelbyld fan de normalisearring fan *adfortinsje* (mei in *f*) ta *advertinzje* (mei in *v*) yn 1980. Dy âlde stavering *adfortinsje* wie fansels in gefal fan folksetymology.

It soe in goed ding wêze as dy staveringskwestje yn goed oerlis en op grûn fan moaie saakkundige arguminten útpraat wurdt. Dat hoeft om my net hjoed of moarn te barren. As der by einbeslút neat feroaret is it my ek likegoed. Mar litte we wol hieltyd nei de nijsgjirrige kanten sjen, bygelyks de taalkunde en de automatisearring. En lit de Akademy net hieltyd it lulke bist wêze.

Protestverbod voor personeel Akademy

LEEUWARDEN - Interim-directeur Hanno Brand heeft de medewerkers van de Fryske Akademy gevraagd een protestbrief tegen de spellingswijziging van het Fries niet te tekenen.

Aanleiding is een open brief van dichter Abe de Vries waarin hij Provinciale Staten oproept de spellingswijziging, waar eind april toe is besloten, terug te draaien.

De Vries had ook medewerkers van de Akademy gevraagd de brief te ondertekenen.

Probleem is dat de Akademy de voorstellen voor een standaardspelling heeft bedacht op verzoek van de provincie. Brand heeft zijn medewerkers erop gewezen dat de Fryske Akademy als uitvoerder van een provinciale opdracht een neutrale positie inneemt en dat zij zich daarom niet in het openbare debat dienen te mengen.

Brand schrijft aan het personeel. „Ik wol der yn dat ramt de klam op lizze, dat sjoen de neutrale posysje fan de FA, syn wurknimmers net út namme fan de FA op dit brief reagearje kinne en meie, om reden dat troch harren ûndertekening der skea oan de FA en syn relaasjes mei de provinsje tabrocht wurde kin."

LC 24-5-2013

pieterdegroot

Kompromis

Bot skrokken fan de reaksjes fan guon skriuwers en taalkundigen hat de provinsje no de Fryske Akademisy dy't de Standertlist opsteld hawwe en de tsjinstanners útnoege foar in petear. De Afûk sil as útjouwer fan de list ek oanskowe. De kjeld moat út 'e loft, safolle is dúdlik. It Skriuwersboun wol de leden ek hifkje; net elkenien tinkt der lyk oer.

Koos Tiemersma, de ôfgeand foarsitter, skreau sneon op persoanlike titel dat de stavering om him wol wat feroare wurde mei: elke ferbettering is der ien neffens him. Hy is ûnderwizer en wit út deistige ûnderfining, dat bern dy't net sa maklik leare, ferlet ha fan konsekwint tapaste regels. Dat âlderen tiid nedich binne om oan nije wurdbylden te wennen, moatte wy mar foar leaf nimme, skriuwt er (Te Gast 18-5).

In bydrage fan de jonge skriuwerblogger André Looijenga ('Provinsjale Steaten, bliuwt fan ús wurdbyld ôf!', 8-5) bewiist dat net allinne de âlderein tsjin de staveringswizi-

Nei in standertlist

om fan ôf te wiken

ging is. De taaldosint Henk Wolf dy't it protest op gong brocht hat, kin ek noch net ta de âlde garde rekkene wurde.

Yn Dwers fan fjirtjin dagen lyn haw ik my ôffrege wêrom't se har pas nei it steatebeslút fan 24 april oppenearre hawwe en net folle earder. It wie nota bene Henk Wolf dy't yn novimber ferline jier op Facebook de kwestje oe-û buorkundich hat. De bloggende skriuwer Ferdinand de Jong pikte it nijtsje op en doe waard mei-blogger Cornelis van der Wal ek wekker: 'Ferneatiging fan de Fryske taal en literatuer' (bloch 15-11). Nei oanlieding dêrfan hiet ik de Akademymannen net oan te stjoeren op in nije staveringsreboelje (LC 23-11). Mar jo binne taalkundige of net, dat it die my gjin nij dat se gjin krimp joegen en har plannen trochsetten.

De plannen hâlden (neffens deputearre steaten op 12 febrewaris yn antwurd op fragen fan PvdA'ster Ingrid Wagenaar) „de nije staveringshifker, it digitale Grien Boekje en de automatyske Oersethelp" yn. Op 3 april soene se presintearre wurde yn de gearkomste fan it steatekomitee Frysk. De sneons dêroanfoarôfgeand, 30 maart, rôp de provinsje op har wyklikse advertinsjeside yn LC en FD ynsprekkers op om har op 3 april te oppenearjen.

Dat is elkenien blykber ûntgien en de steateleden hawwe op gesach fan de alwittend achte Akademy mei de útstellen ynstimd. No't in stoarm opstekt, begjinne de 'terugtrekkende bewegingen'. It sil wol op in kompromis útdraaie. In standertlist, dêr't fan ôfwykt wurde mei.

> pieterjan.de.groot@planet.nl

Stúdzjeferiening Fryske Taal en Kultuer
Ryksuniversiteit Grins

Stúdzjeferiening Skanomodu
skanomail@skanomodu.nl
Oude Kijk in 't Jatstraat 26
Keamer 1315-359
9712 EK Grins

Jannewietske de Vries
Deputearre fan de provinsje Fryslân

Underwerp: soargen oer staveringswizigings Frysk en oprop ta debat tusken saakkundigen

Grins, 26 maaie 2013

Achte deputearre De Vries,

Koartlyn fernamen wy dat Provinsjale Steaten meikoarten definityf beslute sille oer in fernijde staveringsregeling foar it Frysk en oer in saneamd 'Grien boekje', dat in standertwurdlist foar de Fryske taal befetsje sil. As fertsjintwurdigers fan de jonge generaasje heechoplate Friezen fiele wy ús tige belutsen by de saak en wolle wy ús soargen kenber meitsje oer de foarstelde feroarings.

Ynhâldlike arguminten sille wy yn dit brief net opikkerje. Dêrfoar ferwize wy graach nei it wiidweidige brief dat skreaun is troch foaroansteande frisisten en skriuwers en ek troch ús stipe wurdt. Wy beheine ús hjir ta opmerkings oer it proses en it mandaat. Hoewol't de foarstellen ta in nije staveringsregeling en in standertwurdlist foar nau belutsenen grif net samar út 'e loft falle, ha wy net de yndruk krigen dat der folle war dien is om yn it fjild draachflak te kreëarjen foar de feroarings. Yn in lyts en hecht taalgebiet as it Fryske, soene Provinsjale Steaten en de Akademy der goed oan dwaan om mear weromkeppeling út it fjild wei te freegjen, om sa te hifkjen oft en yn hoefier't der by belutsenen stipe is foar de foarstelde plannen. Wy miene dat soks ûnfoldwaande bard is, al jouwe wy ta dat guon belutsenen faaks ek wat sitten ha te slûgjen. Likegoed, foar't Provinsjale Steaten oer de feroarings beslute, soe der better harke wurde moatte nei de lûden út it fjild.

Oude Kijk in 't Jatstraat 26 – k. 1315-359
9712 EK Grins

Kamer van Koophandel: 01120455
ABN AMRO Bank: 60.35.45.858

Kontakt fia email:
skanomail@skanomodu.nl

- www.skanomodu.nl -

Stúdzjeferiening Fryske Taal en Kultuer
Rijksuniversiteit Grins

De Steaten fetsje har foech ta it fêststellen fan staveringsregels nammentlik wol hiel rom op. In standertwurdlist dy't foarmen foarskriuwt en oaren ôfwiist, is net dwaande mei stavering, mar mei taalnoarm. Wy fine dat in taalnoarm yn it fjild ûntstiet en net fan boppen ôf oplein wurde kin. Skriuwwizen dy't yn it Frysk al tiden folslein akseptearre binne, kinne net samar mei in pinnestreek ôfwiisd wurde. It binne de skriuwers fan it Frysk, de media, de wurdboeken, de grammatika's, de learmetoaden en oare spilers yn it fjild dy't yn ûnderlinge wikselwurking útmeitsje wat goed Frysk is en wat net. It is net ferstannich om de Akademy op dat mêd it monopoalje hawwe te litten. En in noarm dy't net troch de taalmienskip droegen wurdt, kin dêryn net goed funksjonearje.

It Frysk giet ús allegear oan it hert en dêrtroch kinne de emoasjes heech oprinne, sa't wy de ôfrûne wiken yn 'e media sjoen ha. Dy belutsenheid is moai, mar yn it hjitst fan 'e striid kinne persoanen of ynstellings skansearre reitsje of bot foarinoar oer komme te stean. Dy polarisaasje is neffens ús net behelpsum. Wêr't wy op ta wolle, is dat de Provinsjale Steaten harren nochris goed ôffreegje oft in staveringsferoaring en standerdisearring wol winsklik binne en hokker konsekwinsjes oft soks mei him meibringt. Wy wolle oan jo as deputearre dêrom útstelle om in breed debat op priemmen te setten tusken saakkundigen út it fjild dy't op basis fan reedlike arguminten komme ta in oanpast foarstel oan Provinsjale Steaten. Fansels binne wy as jonge Friezen en takomstich frisisten graach ree om dêryn ús stim hearre te litten.

Mei heechachting,

Bestjoer Stúdzjeferiening Skanomodu
Sigrid Kingma, foarsitter
Nienke Jet de Vries, skriuwer
Jan Ybema, ponghâlder

Bestjoer Federaasje fan Fryske studinten
Tryntsje Boersma, foarsitter (WSSFS)
Rixt Gielstra, skriuwer (WSSFS)
Jan G. Rinsema, ponghâlder (Tjerk Hiddes)
Marije Benedictus, eksterne (Bernlef)

Bestjoer Feriening foar Fryske Jongerein Bernlef
Peter Postma, foarsitter
Rixt Anna Bos, skriuwer
Iris Blok, ponghâlder
Rienk de Vries, eksterne
Linda de Jong, ynterne

Oude Kijk in 't Jatstraat 26 – k. 1315-359
9712 EK Grins

Kamer van Koophandel: 01120455
ABN AMRO Bank: 60.35.45.858

Kontakt fia email:
skanomail@skanomodu.nl

- www.skanomodu.nl -

It Fryske griene boekje

Immen dy't Geef Frysk skriuwt, wol neat wite fan it ûnrant dêr't ús Fryske sprake al iuwen ûnder lit hat. Hy of hja wol gjin útnûging fan de taalplysje hawwe, gjin klap foar de kûnt krije, by de strôte grypt wurde. Sa'nien sil syn krûd drûch hâlde, der net op doele en brûk bygelyks syn bazûka. Myn mienings moat eltsenien him oan hâlde. Sels as lânslju allinne mar oare foarms heare litte, dan krij ik al krûme teannens.

Myn opfettings hat ús skoandere sprake al de helte fan de slach mei wûn. De frage oft it no 'do' of 'dû' wêze moat, is aanstûns oerstallich. Hokker Ûlfert kin sa dûm wêze, hoe is 't mûglik? It is 'dû', fansels. In 'do' is in fûgel, lykas in akster. (Effen besiden dit bestek: de efternamme 'Duif' wurdt 'Doof', op termyn 'Dôf', 'Kuip' wurdt woepsdy, 'Coupe', eh 'Kûp', 'Sijens' fansels 'Hjaens" en ek 'Dijkstra' mei dy puntsjes op de ij hat gjin takûmst, dat begrypt sels de grutste ûmkoal). Dat stûmme folts, men soe de baarn yn harren hûzen stetstste!

Het Nederlandse groene boekje

Al ús djoer taaleigen is meikoarten yn it Fryske Griene Boekje te finen. It fryske griemboekje fan no kin by it âld pompier. Alle dûbeldfoarms en nijmoadrichheden wurde útband. Oars soe ús memmeteal net te learen wêze, benammen net foar folts fan buotten, fan Siuw oant Hebriuw. Alle Fryske boeken wurde de helte tinder en ek it frûmme ûnderwiispersoniel kinne de nedige besparrings op (fer)helle wurde. Der bretstse goudene tiden foar it Frysts oan!

Pieter Breuker, alias Rûmtse Rûmmerts, offisjeel troch Provinsjale Steaten oanstelde FÛL- FRYSKE TAALFIKER, eh FÛL-FRYSTSE TEALFYTSER

Academische vrijheid

In 1995 en 2005 is de officiële spelling van het Nederlands gewijzigd. De wijzigingsvoorstellen zijn beide keren gedaan door een commissie van de Taalunie onder leiding van de neerlandicus Maarten van den Toorn, professor emeritus bij de Radboud Universiteit Nijmegen. Tot de voornaamste critici behoorden Anneke Neijt en Maarten Klein. Ook zij waren neerlandici van de Radboud Universiteit in Nijmegen. De drie Nijmegenaren schreven openlijk hun mening in wetenschappelijke bladen, in kranten, in tijdschriften en op websites, ze gingen met elkaar in debat, werden het niet eens, maar voerden een inhoudelijke discussie. Alle drie presenteerden ze zich tijdens de debatten zonder voorbehoud als wetenschappers, verbonden aan de Radboud Universiteit Nijmegen. Niemand kapittelde Neijt en Klein omdat ze Van den Toorn "afvallig" zouden zijn of de relaties met de Taalunie schade zouden berokkenen.

Van den Toorn, Neijt en Klein konden gebruikmaken van de zogenaamde academische vrijheid. Dat is de vrijheid om te onderzoeken, te concluderen en te zeggen wat je wilt, in het openbaar, zonder sancties, binnen de uitoefening van je functie. Het idee erachter is dat kennis en inzicht baat hebben bij discussie, bij nieuwe gezichtspunten, bij kritiek.

De Nijmeegse onderzoekers zijn geen bofkonten die toevallig een tolerante werkgever hebben; de academische vrijheid wordt door de wet gewaarborgd. Artikel 1.6 van de Wet op het hoger onderwijs en wetenschappelijk onderzoek (WHW) schrijft voor dat de academische vrijheid in acht moet worden genomen binnen de Nederlandse universiteiten, hogescholen en ook binnen de onderzoeksinstellingen van de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW). De Fryske Akademy hoort bij die laatste categorie.

Uitgever-journalist-schrijver Abe de Vries heeft diverse medewerkers van de Akademy gevraagd een brief te ondertekenen aan de provinciale volksvertegenwoordiging, waarin op basis van een groot aantal argumenten wordt betoogd dat het onverstandig zou zijn de officiële Friese spelling te herzien. Zo'n herziening is gepland en zij is gebaseerd op adviezen van de Friese tegenhanger van de commissie-Van den Toorn, die bestaat uit vier Akademy-medewerkers. Op vrijdag 24 mei berichtte de Leeuwarder Courant dat Hanno Brand, de directeur van de Fryske Akademy, alle medewerkers zou hebben verboden hun handtekening te zetten. Brand zou hun het volgende hebben geschreven (vertaald uit het Fries): "Ik wil in dat kader benadrukken dat, gezien de neutrale positie van de FA, haar werknemers niet namens de FA op deze brief kunnen en mogen reageren, aangezien er door hun handtekening schade aan de FA en haar relaties met de provincie kan worden toegebracht."

Als het correct is wat de krant hier bericht, dan wordt de academische vrijheid bij de Akademy dermate beknot dat de naam "Akademy" welhaast ironisch gaat klinken. Voor de KNAW, die de laatste tijd scherp toeziet op de wetenschappelijke integriteit binnen haar instituten, moet dit zeer zorgelijk zijn. En dat zal niet minder sterk gelden voor de provincie Fryslân, die een academisch klimaat niet kan missen bij de verwezenlijking van haar plannen om van Leeuwarden een kenniscentrum op het gebied van meertaligheid te maken.

BÛTEN IT BOEKJE. DE STANDERTWURDLIST FAN DE FA EN DE PROVINSJE

Yn syn artikeltsje 'Grien boekje foar it Frysk' (yn de rubryk 'tegast', *LC*, 8.4.2011) pleitet de Fryske skriuwer en korrektor Jan Schotanus foar 'dúdlikheid oer de stavering'. Hy freget him ôf oft it no bygelyks 'Itaalje' of 'Italië' is, 'maneuvelje' of 'meneuvelje', 'kwea-ôf' of 'kwea ôf.' De Steatefraksje fan GrienLinks hat dêr dyselde moanne noch wurk fan makke. Neffens in berjocht fan 26.4.2013 yn de rubryk 'Nieuws' op http//www.grienlinks.nl hat dy fraksje yn april 2011 oan it kolleezje fan DS frege (en ik sitearje):
'oft der yndie ferlet is fan in offisjele wurdlist foar it Frysk, lykas it 'Groene boekje' foar it Nederlânsk. It kolleezje konkludearre, nei it rieplachtsjen fan de Fryske Akademy, dat sa'n offisjele wurdlist in goede saak is. Doel is, dat dy skielk sawol op ynternet as ek yn boekfoarm ferskine sil. (Tink mar oan it 'Groene boekje' foar it Nederlânsk). De Akademy krige opdracht mei dy list útein te setten.'
Dêrmei wie de opdracht oan de FA dúdlik: meitsje in Grien Boekje foar it Frysk, neffens opset te fergelykjen mei it *Groene Boekje*. Dat lêste is neat oars as in konkrete útwurking op wurdnivo fan de *besteande* stavering fan it Nederlânsk. It opnimmen fan in wurd yn it GB seit neat oer syn fierdere status. De 'Inleiding' fan it GB einiget sa:
'De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.'
Fuort al nei de fragen fan GrienLinks yn april 2011 begûnen de misferstannen by de Provinsje. Ik sitearje út it stik *Oan Provinsjale Steaten* (registraasjenûmer 1041844), ornearre foar de Steategearkomste fan 24.4.2013:
'De steatefraksje fan GrienLinks hat troch it stellen fan skriftlike fragen yn april 2011, oandacht frege foar in Standertwurdlist foar it Frysk. Om't de leksikografen fan de Fryske Akademy de wurdboeken foar de Fryske taal skriuwe en by it fêststellen fan de stavering yn it ferline in wichtige advisearjende rol spile hawwe, is de provinsje hjiroer yn petear gien mei de Fryske Akademy. Nei oanlieding hjirfan hat de Fryske Akademy in projektoanfraach yntsjinne oangeande it ûntwikkeljen fan in standertwurdlist en in staveringshifker. Dy oanfraach is ein 2011, begjin 2012 honorearre.'
De provinsje helle dus fan it begjjin ôf oan de termen *Grien Boekje* en *Standertwurdlist* troch inoar. Dat docht eefkes fierderop yn it neamde stik ek bliken:
'De provinsje hat de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze wurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk'.
It leit, sjoen de foargeande gong fan saken, yn 'e reden om te tinken dat de term *Standertwurdlist* by de FA weikomt. De FA brûkt sels konsekwint dat begryp. Om de *Standertwurdlist* (neffens plan mei sa'n 125.000 wurden) opstelle te kinnen, achtet de FA yn syn *Advys regeloanpassing Fryske stavering* d.d. 18.1.2013 (it iennichste iepenbiere dokumint fan de FA oer dit ûnderwerp) twa ekstra yngrepen yn it Frysk nedich: *staveringsferoaring* en *standerdisearring*. De *Standertwurdlist* is dus yn twa opsichten rommer fan opset as it *Groene Boekje*.
De staveringsferoaring hat, neist frjemde wurden mei 'f' of 'v' en 's' of 'z', betrekking Op guon Fryske foarmen mei 'oe' of 'û', 'eo' of 'eau', 'ieu' of 'iuw'. Dêr is allinnich al ynhâldlik in protte krityk op mooglik: de foarbylden binne lang net folslein, de 'oplossingen' kreëarje nije problemen en ûndúdlikheden en it giet om marzjinale.
By standerdisearring giet it (foarearst?) om dialektseleksje. De *Standertwurdlist* jout oan hokker foarm oft al en hokker oft net ûnder de standert falt, ûnder 'it offisjele (skreaune en foarskreaune) Frysk. Sa stelt de FA (sûnder neiere taljochting) 'rûmte' boppe 'romte'. It earste wurd is yn de terminology fan de FA in standertfoarm, it twadde is 'ek goed Frysk'. Foar in goed begryp: as tusken alle gongbere dialektfoarmen yn it skreaune Frysk hieltiten in kar makke wurde moatte soe, dan giet it om hûnderten, miskien wol inkelde tûzenen,

gefallen. As de FA de standerdisearring noch fierder trochsette wol (en dat soe 'logysk' wêze), bygelyks by net oan dialektfariaasje bûne ferskillen as 'allinnich' en 'allinne', 'fûler' en 'fûlder', 'diene' en 'dienen', 'metten' en 'mjitten', 'twatalichheid' en 'twataligens', 'boaden' en 'boades', 'feroaringen'en 'feroarings', 'fraach' en 'frage' en 'aanst' en 'aanstûns', dan komme der nochris safolle gefallen by.
Misliedend is dizze taljochting by dy kar: 'Fan belang is wol om foar eagen te hâlden dat de term *standert* gjin wearde-oardiel ynhâldt.' Fansels betsjut it ûnderskied meitsjen tusken 'standert' en 'ek goed' no krekt wol dat de list de iene foarm boppe de oare stelt. Dy opset komt ek ta utering yn it ferplichte stelle wollen fan de standert foar 'it offisjele ferkear en it ûnderwiis'.
Mei staveringsferoaring en standerdisearring giet de FA dus yn twa opsichten folle fierder as dêr't de Provinsje opdracht ta jûn hie. De FA makke de sirkel rûn troch yn it niisneamde *Advys regeloanpassing Fryske stavering* (tink om de ferrifeljende titel!) te skriuwen dat de Provinsje sels op standerdisearring ta woe: 'De FA is bliid mei it inisjatyf fan 'e Provinsje ta in offisjele *Standertwurdlist*.' De FA hat it *Advys […]* de Provinsje oanbean en dy hat dêr har ûnderwilens fan alle kanten bekritisearre beslút fan 24.4.2013 op basearre. Boppesteande gong fan saken lit in eigenmachtige FA sjen en in mooglik net goed foarljochte Provinsje.
In oare fraach is oft de Provinsje wol it foech hie om it boppeneamde beslút te nimmen, alteast foar safier't it giet om taalnormearring. Alderearst kin fêststeld wurde dat it de earste kear is dat in Fryske oerheid binende foarskriften oer de taalnoarm jout. De ryksoerheid hat dat noch nea foar it Nederlânsk dien. Sels op it mêd fan de stavering - wêrby't foar it Frysk it foech yn hannen fan de Provinsje leit – hat de ryksoerheid de regelingen dêrfoar delegearre, te witten oan de Nederlandse Taalunie. Mar ek ynhâldlik kin men fragen stelle by in taalnoarm dy't troch in oerheid oplein wurdt. Foarbylden út it bûtenlân litte sjen dat sa'n diktaat net wurket. (xxx:foarbylden)

Pieter Breuker

Wêr bliuwe de Steaten?

Abe de Vries

Der barre nuvere saken ûnder de sinne fan de Fryske wittenskip dy't boppe de Doelestrjitte yn Ljouwert skynt. Op nûmer 8 húsmoannet de Fryske Akademy (FA), it wittenskiplik ynstitút dat oansletten is by de Koninklijke Nederlandse Academie van Wetenschappen (KNAW) en dat him benammen dwaande hâldt mei de stúdzje fan de Fryske taal en skiednis.

It liket as hat de FA ûnder de okkerdeis op non-aktyf sette direkteur Reinier Salverda it kontakt mei de maatskippij en ek mei it wittenskiplik fjild fierhinne ferlern. Net allinnich ferrast de FA ús yn negative sin mei útstellen oer staveringswizigingen en fiergeande ideeën oer dialektseleksje yn it Frysk, mar no ha de meiwurkers ek noch in sprekferbod oer it ûnderwerp oplein krigen fan ynterim-direkteur Hanno Brand.

Meiwurkers fan de FA meie net reagearje op de Oprop oan Provinsjale Steaten dy't in aksjegroep de ôfrûne wiken omstjoerd hat nei in tal skriuwers, ûnderwiisminsken en wittenskippers. Sa'n ynstruksje is op syn minst ûnhandich út it eachweid wei fan de akademyske frijheid. In frijheid dy't ek útdruklik yn de Wet op it heger ûnderwiis en wittenskiplik ûndersyk fêstlein is. Yn it belang fan de ûntwikkeling fan kennis hawwe wittenskippers wat harren útlittingen oer de wittenskip oanbelanget in grutte mjitte fan frijheid foar harren wurkjouwers oer. Brand hie simpelwei ferklearje kinnen dat hy de wurdfierder fan de FA is op dit mêd, klear. Wat syn meiwurkers fine, is har saak.

Lykwols is it goed om yn de gaten te hâlden dat by einbeslút net de FA mar de Steaten ferantwurdlik binne foar harren taalbesluten. Of te lêzen oan de stilte fan de Steaten yn de resinte taalellinde wurdt dêr in strúsfûgeltaktyk tapast. Nee, it is ek net noflik as in pas nommen demokratysk beslút troch hast it hiele taalfjild (ûnderwizers, wittenskippers, skriuwers) fersmiten wurdt. Mar dan soene jo inisjativen fan de Steaten ferwachtsje om ta diskusje en bystjoering te kommen yn it taaltrajekt dat noch foar ús leit.

De FA is no de kop fan Jut en foar de Steaten de bliksemôflieder. Mar sa moat it net. De FA is fan it grutste belang foar de Fryske kultuer en mei noait ferdwine, mar moat al opskodde wurde. Om syn âlde weardichheid weromwinne te kinnen. Krekt de meast Frysksinnige Steateleden soe de needsaak dêrta helder foar eagen stean moatte.

IT SKRIUWERS BOUN

parseberjocht

Parseberjocht

Ljouwert, 26 maaie 2013

Diskusjejûn staveringsferoaring

It Skriuwersboun organisearret in diskusjejûn oer de staveringsferoaring. De jûn fynt plak op freed 7 juny 2013 om 20.00 oere yn Kafee Wouters, Sophialeane 5 Ljouwert.

De Provinsje Fryslân en de Fryske Akademy ha plannen foar in staveringsferoaring, in standertwurdlist en in staveringshifker. Foar- en tsjinstanders kinne yn petear.

De ûndertekeners fan de oprop oan de Steaten binne ek útnoege. Sy fine dat de plannen net trochset wurde moatte.

Nei de diskusjejûn sil It Skriuwersboun ta in stânpunt komme.

Dit bericht werd geplaatst in oar nijs op 30/05/2013.

Taalpolitie leidt tot aftakeling taal

Uit de serie 'Lage Landen Studies' kreeg ik vorige week een lijvig wetenschappelijke, literaire studie toegestuurd, vanwege mijn bijdrage aan het project Beatrijs Internationaal en forumdeelname op het afsluitende congres in de Koninklijke Bibliotheek in Den Haag (september 2011).

Deze studie deed mij denken aan de voorgestelde 'nije staveringsútstellen foar it Frysk'. Taalwetenschappers van de Fryske Akademy willen de kleurrijke Friese taal blijkbaar devalueren tot een grijze en smakeloze literaire eenheidsworst. En de Friese politiek plaatst haar handtekening als aflaat voor haar plichtsverzuim met betrekking tot naleving van het Europese Handvest voor kleine talen.

In de studie over de Beatrijs worden - naast de internationale - vooral ook de vele Nederlandstalige versies (en *dêroan besibbe* talen en dialekten) besproken. De conclusie mag duidelijk zijn: de veelkleurige transfers (interlinguaal, intralinguaal en intersemiotisch) van alleen al dit éne verhaal uit de middeleeuwen verschaft ook heden ten dage nog veel blijheid aan werkers in literaire arbeid.

In mijn ogen moet een instituut als de Fryske Akademy zich ook helemaal niet bezighouden met voor te schrijven regelgeving maar zich, net als de studie over de Beatrijs, beperken tot feitenonderzoek, waarnemingen en verslaglegging daarvan. De politiek zwakbegaafden, op dit gebied, moeten gebruikers niet telkens voor de voeten lopen maar verantwoorde voorwaarden scheppen voor het uitbundig gebruik van, in dit geval, de taal.

In mijn geliefde Stellingwerven met haar eigen Stellingwerfse streektaal kom ik al jaren de zelfde problemen tegen. De gemeentelijke politiek wenst met uitsluiting van andere partijen alleen zaken te doen met de Schrieversronte die zich vervolgens als *taelplisie* gedraagt. Waar het doel zou moeten zijn, het samen uitdragen en stimuleren van het levendig in gebruik houden van de streektaal, is het resultaat van dit beleid juist een versnelde aftakeling van dat gebruik en het afhaken van de eerdere actievelingen.

De bron van het kwaad ligt dan ook niet bij de gebruikers maar moet worden gezocht in de zichzelf hoogachtende instituten en wellicht meer nog in de politiek, die vaak onvoldoende ter zake kundig is maar wel door haar starre regelgeving de enkeling laat dobberen en tegelijk de massa laat verdrinken. De politiek moet terug naar een algemeen voorwaardenscheppend beleid en het instituut terug naar onderzoek en verslag.

En... wie wet, wodt een priesweerdig verhael van de haand van Roely Bakker, over zeuvenhonderd jaor dan wel de Beatries van et Stellingwarfs, daor wetenschoppers van de hiele wereld heur dan in vaaste bieten zullen.

PIET BULT, NIJEBERKOOP

Jonge Friezen willen debat over spelling

Gepubliceerd op 31 mei 2013, 09:45



GRONINGEN - Jonge, hoogopgeleide Friezen roepen het provinciebestuur op in debat te gaan met deskundigen uit 'it fjild' over de nieuwe spellingsregels voor het Fries.

De brief aan Provinciale Staten is ondertekend door Skanomodu (studievereniging Friese Taal en Cultuur), de Friese studentenvereniging Bemlef en de Federaasje fan Fryske Studinten.

Zij sluiten zich aan bij de kritiek die al eerder geuit is door vooraanstaande Friese schrijvers en wetenschappers. Ook de jonge Friezen constateren dat de wijzigingsvoorstellen nauwelijks gesteund worden door dagelijkse gebruikers van het Fries.

Kom mar op mei dy standert!

Stavering is suver altyd in kwestje fan emoasje, sa skriuwt ek Anne Tjerk Popkema yn in ynstjoerd stik yn de *Ljouwerter Krante* fan 10 maaie 2013. En dat de emoasjes yn de kwestje fan staveringsferoarings foar it Frysk heech opspylje, docht bliken út in lange rige fan ynstjoerde stikken en stikken dy't op weblochs ensfh. publisearre binne. It giet lykwols net allinne om in staveringskwestje: de Fryske Akademy komt yn opdracht fan Provinsje Fryslân ek mei in *Standertwurdlist*. Dat dêrmei de emoasjes noch heger oplôgje as allinnich mar 'in' staveringsferoarinkje is net sa nuver. It dialektysk ferskaat hawwe de measten tige heech en se wolle dat hoe dan ek bewarje. Elk fûgeltsje tsjotteret nei't syn bek is. No sil ik net mei it safolste stik komme dat de Akademy-mannen betichtet fan yn in ivoaren toer te sitten en dat der net goed oer neitocht is. Ik wol yn it ûndersteande út 'e doeken dwaan dat sa'n standert sa gek noch net is. Alderearst sil der op de staveringsferoarings yngien wurde.

Staveringferoarings

Ik bin fan betinken dat de staveringferoarings in slach tafalle en dat yn tsjinstelling ta Henk Wolf dy't net wol dat se bagatellisearre wurde (www.henkwolf.nl, 19 maaie 2013). Lit jimme net sa liede troch emoasje en besjoch it ris op in nofteren wize, de staveringsferoaring fan 1980 hawwe wy ek oerlibbe – al wie dat foar myn tiid. Der wurdt yn hast alle stikken rept oer it folslein feroarjende wurdbyld. André Looijenga wol sels sa fier gean en neam it 'it fernielen fan ús wurdbyld' (LC, 4 maaie 2013). Minsken dy't mei muoite it Frysk leard hawwe en einlings wend binne oan it wurdbyld, moatte no aanst wer hielendal omskeakelje. Lykas oanjûn bin ik it dêr net mei iens en ik soe sokke útspraken dan ek graach nuansearje wolle. Ik wit as dosint Frysk út eigen ûnderfining hoe lestich en ferfelend oft it fûn wurdt wêrom't it iene wurd mei in /û/ stavere wurdt en it oare mei /oe/. In maklike regel dêrby is dan om de /û/ te nimmen. Tsja, it is efkes wennen dat it dan 'hjoed dr*û*ch waar is'. Mar oerdriuw dan yn de hite hei asjebleaft net en skriuw ek 'hjoed' mei in /û/, want dat hat ommers in twalûd en dat bliuwt in /oe/. Dat wy aanst net mear 'ieu' skriuwe, mar 'iuw', docht de konsistinsje ek goed. De hjoeddeiske Frysk-skriuwer sil der efkes oan wenne moatte mar foar de nije Frysk-learder sil it der grif makliker op wurde. Dy moat dochs al bot wenne oan it Fryske wurdbyld. In útrop as 'wat liket dat raar' krij ik gauris te hearren wannear't ik in beskaat wurd op it boerd skriuw. Wannear't ik sis dat it stadichoan wol went, wurdt dat mar foar leaf nommen. 'Gaos' mei in /g/ komt de studinten earst wat frjemd oer, om mar te swijen fan in wurd as 'taksy' of 'kompjûter'. Sa sil de nije Frysk-learder ek oan 'telefyzje' (mei in /f/dus) wenne moatte en dat grif ek gau dwaan. Oer de stavering fan frjemde wurden bin ik it oars net alhiel iens mei it foarstel. Dêr soe ik ek pleitsje wolle foar konsistinsje. Ik stel dêrom út om wurden as 'advokaat' likegoed mei in /f/ te skriuwen, al kin ik de reden begripe om soks net te dwaan. Sa binne der noch wol wat dingen. Wêrom wol in wurd as 'elitêr' oan it Fryske wurdbyld oanpasse, mar net in wurd as 'kolbert', dat dan wol in /k/ kriget, mar gjin 'êr'-útgong neffens de útspraak. As men dochs dwaande is, doch it dan fuortdaliks goed. Sa soe ik der ek foar wêze om frjemde wurden dêr't yn it Nederlânsk in /y/ yn foarkomt, neffens de Fryske staveringsregel oan te passen. Dus 'synonym' moat 'sinonym' wurde. In Frysk-learder kin der wol sljocht fan wurde dat de earste /y/ net oanpast wurdt oan de regel fan it iepen wurdlid, mar de twadde /y/ wol oan de regel by sletten wurdlidden, allinnich mar om't 'synoniem' yn it Nederlânsk de earste mei in /y/ staveret. Ik moat guon opponinten wol gelyk jaan dat staveringsferoarings net te faak

plakfine moatte en dat om dy reden de Fryske Akademisy der ris goed oer gear moatte, sadat wy nei tsien jier net wer hoege. Dêrom myn oprop om de hjirboppe neamde knyppunten der ek út te heljen.

Standertwurdlist

Dan komme wy no by it faaks noch wol meast prekêre punt, dat fan in *Standertwurdlist*. Ik sis, soks moat altyd wêze! Wêrom? Ik sil dat yllustrearje mei foarbylden út 'e praktyk. Ik wurd suver gek – as my in lytse oerdriuwing tastien wurdt – fan it feit dat ik hieltyd mar sizze moat dat wat oars ék mooglik is. 'Kin dat of dat ek, menear?' – 'Kin beide,' antwurdzje ik dan. Wêrom moat no eins beide kinne? Wêrom net dy fariaasje útslute ta foardiel fan dúdlikens en helderens? Ik brûk it foarbyld fan 'romte/rûmte sa't dy hieltyd yn de (oant no ta iensidige) diskusje oanhelle wurdt. Abe de Vries sitearret fan Anne Dykstra dy't seit dat studinten witte wolle wat de goede foarm is en reagearret dêrop mei – de oars wol moai fûne term – taalútroegersproaza. Lykwols ûnderstreekje ik Anne Dykstra syn sizzen dat it goed is dat der in standert komt. As de standert no 'romte' of 'rûmte' is, makket my earlik sein net folle út. No sis ik sels ek 'romte' (ek al kom ik út de Wâlden), mar ik soe dat tenearsten wol opjaan wolle foar de saak fan konsistinsje en dus 'rûmte' skriuwe. Fierders sil ik gewoan 'romte' oanhâlde yn de útspraak. En sa binne der noch gâns oare foarbylden te neamen. 'Unmooglik' is de skriuwwize, wylst de meast hearde útspraak 'onmooglik' is. En it heechfrekwinte tiidwurd 'moatte' dat sa faak útsprutsen wurdt as 'matte' of 'mutte'. En gean sa mar troch. Op skrift in dúdlike standert, yn it sprutsen Frysk sil der genôch fariaasje bestean bliuwe. Dat sjogge wy likegoed yn it Nederlânsk. Yn Drinte prate se hiel oars as yn Brabân, yn De Haach wer hiel oars as yn Amsterdam. Mar wy hawwe wol in ABN en dat komt yn de learmiddels, toetsen en eksamens. Leau my mar dat ik 'saterdei' yn 'e gewoane omgong brûke sil, mar omwille fan 'e standert hoech ik dat net perfoarst te skriuwen. Lytse opoffering foar in hegere saak. De nije standert soe ynfierd wurde moatte yn de nije learmiddels dy't der hoe dan ek komme moatte. It Frysk sil dêrby folle serieuzer nommen wurde as der ienriedigens oer de te kiezen foarms bestiet. No komt it op jin oer as makket it net út wat men skriuwt, alderhanne njonkenfoarms binne tastien, dus skriuw mar hoe't it jo útkomt. Lykas sein is it didaktysk folle better en as it dúdlik is wat de goede foarm is, stiet it Frysk as Standerttaal sterker tsjin ynfloed fan bûtenôf. Ik ûnderskriuw Pieter Breuker (*De Moanne*, 16 maaie 2013) syn argumintaasje tsjin in *Standertwurdlist:* wêr moatte wy út kieze, út de Wâldske fariant of út de Klaaiske fariant? Mar dat soe ús lykwols net fan in Standertwurdlist wjerhâlde moatte. Ek al soe der 'hiel' stean, dan liket it my sterk dat de lju fan 'e Klaai dat ynienen ek sizze sille (tink oan 'ûnmooglik'-'onmooglik'). Soe dat lykwols al it gefal wêze, dan soe ik dêr noch net it measte op tsjin hawwe. Ik soe der mear op tsjin hawwe dat wy altyd noch in 'ek goed-fariant' hawwe, mei't wy op sa'n wize nea ta in standert komme sille. Dan sitte wy yn it ûnderwiis noch mei it gefal fan 'kin beide' (of mear, tink ris oan 'gie/gong/gyng', ôfslutend mulwurd 'naam/nommen/nomd'), wat didaktysk perfoarst net winsklik is. Dêr moatte wy fan ôf.

Underwiis

Spitich dat oan it feit foarby gien wurdt dat it Frysk sa al ryk genôch is, sûnder al dy 'nuvere' dialektyske wizen fan sizzen en skriuwen. Der bliuwt noch altyd in hiele rike taalboarne oer, dêr't wy folop út putte kinne. Dy taalboarne kriget in stikje beskerming tsjin it Hollânsk wannear't der in dúdlike standert komt. As dy standert goed oanleard wurdt, kinne wy better tsjin al dy ferkearde ynslûpsels (ynterferinsjes) yngean. Dêr hawwe wy as Frysk-

praters en -skriuwers folle mear ferlet fan. En benammen de ûnderwiisminsken, dy't wy noch net in soad heard hawwe (al skriuwt Abe de Vries yn it *Frysk Deiblêd* fan 29 maaie 2013 wol dat ûnderwizers tsjin binne, mar is dat wol sa?). Wy moatte net de fijân yn eigen lân sykje, mar dêrbûten. Fansels, no sjarzjearje ik! It ûnderwiis hat ferlet fan in standert, it is didaktysk folle handiger om te sizzen hokker foarm oft de goede is. Dy standert liket my dan in stap nei in ferfolch. Ynvestearje yn it ûnderwiis! Dêr moat it begjinne, skriuw nije metoaden en lear de bern (ek de net-Frysktaligen) yn sawol it basisûnderwiis as it fuortset ûnderwiis it Standertfrysk oan. Guon kritisy binne benaud dat om't alles yn de nije stavering moat, soks tefolle jild kostje sil. Oan de Provinsje de skoandere taak om te bewizen dat it oars is!

Geart Tigchelaar Dosint Frysk oan de Pabû fan Stenden Hegeskoalle, lesjouwer by de Afûk, bestjoerslid Feriening Frysk Underwiis

Cornelis van der Wal on **3 juny 2013 at 11:23** sei:

Geart syn studinten sjogge mar wat raar tsjin it Fryske wurdbyld oan, sa skriuwt er. Mar goed dat de earme berntsjes gjin Japansk hoege te learen…

Om de Fryske taal ek skriflik ûnder de knibbel te krijen sille jo in soad Frysktalige boeken lêze moatte. En dy boeken binne allegear yn de bewende stavering. Soe it net in soad betizing by de nije studinten jaan om no ynienen in hiele nije stavering oan te learen, wylst it yn de literatuer oars skreaun wurdt?

Abe de Vries on **3 juny 2013 at 13:22** sei:

Geart skriuwt ek: "As dy standert goed oanleard wurdt, kinne wy better tsjin al dy ferkearde ynslûpsels (ynterferinsjes) yngean. Dêr hawwe wy as Frysk-praters en -skriuwers folle mear ferlet fan. En benammen de ûnderwiisminsken, dy't wy noch net in soad heard hawwe (al skriuwt Abe de Vries yn it Frysk Deiblêd fan 29 maaie 2013 wol dat ûnderwizers tsjin binne, mar is dat wol sa?)."
Foar Geart is it miskien goed om te witten dat fan de 104 ûnderskriuwers fan ús Oprop oan de Steaten (stân fan saken fan hjoed) der mar leafst 39 út it ûnderwiis komme. Dêr sitte ûnderwizers tusken, direkteuren fan basisskoallen, lesjouwers foar kursussen, dosinten middelber ûnderwiis, dosinten universitêr ûnderwiis, heechleararen en emeritus heechleararen…. dat, wat wol Geart eins sizze?

Abe de Vries on **3 juny 2013 at 12:02** sei:

Geart, ik leau net datsto it fenomeen 'standertwurdlist' hjir goed werjoust. Do skriuwst yn dat ramt; "'Unmooglik' is de skriuwwize, wylst de meast hearde útspraak 'onmooglik' is. En it heechfrekwinte tiidwurd 'moatte' dat sa faak útsprutsen wurdt as 'matte' of 'mutte'. En gean sa mar troch. Op skrift in dúdlike standert, yn it sprutsen Frysk sil der genôch fariaasje bestean bliuwe."
Dat hat allegear neat mei dialektfariaasje yn wurdfoarmen te krijen, mar mei ferskillen yn útspraak. It giet om wurden as 'sneon' en 'saterdei'. Wêrom'tsto dizze saken hjir trochinoar hellest, begryp ik net. Fierder hast it nei myn smaak wat tefolle oer 'emoasjes', ja, dy wienen der yn de earste pear dagen nei 24 april. Mar wilens hat de aksjegroep bulten ynhâldlike beswieren nei foarren brocht mei in protte arguminten. Dêr soe it oer gean moatte, wat de aksjegroep oanbelanget. Om no nochris de krityk yn de emo-hoeke del te setten, dat spoart folslein net mei de werklikheid.

daam on **3 juny 2013 at 18:55** sei:

'Guon kritisy binne benaud dat om't alles yn de nije stavering moat, soks tefolle jild kostje sil. Oan de Provinsje de skoandere taak om te bewizen dat it oars is!'

Ik meitsje my soargen oer de folchoarder. Ik lit foar it gemak de partikulieren efkes bûten beskôging. It earste putsje (en dat kin tink wol troch studinten dien wurde dy't dan al wat fatsoenlik betelle wurde moatte) is op ALLE skoallen te ynfentarisearjen wat dêr oan Frysktalich materiaal stiet.

Dat moat dan allegearre fernijd wurde. Soks moat yn Excel te berekkenjen wêze. En gjin saken oerslaan! Ek net as fan in beskaat boek mar ien skoalle dat hat, oars ferfage de grinzen nochal gau.

Dan kin begûn wurde oan de earste sin fan it sitaat. En as de politisy dan net by boskjes de kont der útlûke dan bin ik ree te konkludearjen dat de kritisy út de earste sin grutte omkoalen binne.

O ja, gjin gegriem graach, dus net fan dy politike útspraken as 'wy steane foar de konsekwinsjes'. De hiele saak goed oanpakke, lit ús sizze dat foar 1 jannewaris 2015 alles yn kalk en semint wêze moat.

En ik stean ek net ta dat 'om't wy [de polityk] in knoarre jild stutsen ha yn de staveringsfernijing' oare saken lizzen bliuwe.

Under dy betingsten gean ik akkoart.

GEART VAN DER MEER on **4 juny 2013 at 09:07** sei:

Ik haw de diskusje wat uut (hee, wêrom net konsekwint no ek 'uut' skriuwe neffens it mal fan 'see' – dat sparret sa'n ferrekt streekje op de PC) myn eachhoeken folge. Ik begryp dat no dat prachtige twadelige FRYSK HANWURDBOEK, dat sa moai de romte joech oan njonkenfoarmen ('hiel' nêst 'heel'etc.) no al wer de jiske-amer yn kin, want der moat in STANDERT komme, want oars fiele al dy nije taallearders har sa ûnseker. Ik ha wol in seker begryp foar dat argumint, mar freegje mij dan toch ôf, hoe't dy standert dan keazen wurde moat.
A. de uutspraak/foarm fan de mearderheid? Hoe stelle wij dat fêst? Komt der in ûndersyk nei dy mearderheid. Dan wurdt it dus 'geboaren' yn pleats fan 'berne'. En gjin 'kaai' mar 'sleutel'. No, sa kinne wij noch wol even trochgean. O ja, 'Frysk' wurdt dan 'Frys'.
B. De foarm dy't neffens de regel fan de distânsjearringssucht (kies de foarm dy't sa fier mooglik ôfwykt fan dat frekte Hollâns) dus yndie it minst op it Hollâns liket. Dus 'hiel' en net 'heel', hoewol't ik tink dat dy lêste de mearderheidsfoarm is. Waling Dysktra skreau ek al 'heel' en sa, wat doe goed Frysk wie. En o fergemy, 'onder' en net as earste 'ûnder'.
C. Eh … fierder kin ik even neat betinke. Of miskien dit: bij de gewoane Fries dy't miskien no en dan ris Frysk lêst, is der gjin sprutsen standert bekend, en seker gjin skreaune. Dy leart er ek net fan Omrop Fryslân, bin ik bang. As er Frysk lêst, sil er rare wurden tsjinkomme, 'hee, sa sis ik it net'. Bestiet no net it gefaar dat in strakkere standert dat ferfrjemdingseffekt noch mear fersterket? It Frysk is net te fergelykjen mei it Nederlâns, dat iderien elke dei ûnder eagen krijt en aksepteart. It liket mij ta dat in te strakke standert de minsken noch mear ôfskrikke sil fan it Frysklêzen. It Frysk krijt dan noch mear de status fan in geheimtaal, dy't in gewoan minske net leare kin. Ja, in geheimtaal hat status, mar wurdt net folle brûkt. Wolle wij dat?

Mar it is wier – alles went, ek in nije spelling eh … stavering.

Pieter Breuker on **4 juny 2013 at 10:17** sei:

In andert op Geart syn standert

Bêste Geart,

Do begjinst dyn stik mei in trúk: skriuwe dat de tsjinstanners fan de Akademyplannen har emoasjes sa gean litte. Dêrmei joust dysels foar de naïve lêzer in foarsprong: ik, Geart Tigchelaar, brûk fansels rasjonele arguminten. Is dat wol sa? (En skriuwsto hjirboppe ek net: 'Ik wurd suver gek'? Safier is it mei ús lang net kommen.)
Wy (de sân minsken dy't har tsjin it Steatebeslút keare) hawwe yn ûnderskate stikken hiel wat saaklike arguminten tsjin sawol de staveringsferoaring as tsjin de standerdisearring ynbrocht. Hjirre binne se nochris, hiel yn it koart. Gjin staveringsferoaring, want: 1. dy jout ûnrêst ûnder de brûkers (it ûnderwiis foarop); 2. ek hiel gewoane wurden (byg. 'droech', 'útnoeging' en 'ieu') moatte oars skreaun wurde; 3. de feroaringen binne net konsistint (byg: wol 'ik drûch', net 'ik ha drûgen', wol 'telefyzje', net 'adfys'); 4. men leart stavering net allinnich troch 'konsistinte' regels oan, mar ek troch it wurdbyld yn jin op te nimmen; 5. de kosten binne heech (alle lesmateriaal, wurboeken, grammatika's, websiden (byg edufrysk fan de Agfûk) binne feràldere en moatte oanpast wurde.
Dan de standerdisearring. Dêr hawwe wy noch mear beswieren tsjin ynlein. Dy lizze op it mêd fan de foarm en de funksje fan it Frysk. 1. De taalkundige ferskillen tusken de Fryske dialekten binne lyts, se jouwe eins noait oanlieding ta misbegryp; 2. der is taalkundich sjoen gjin ferantwurde kar te meitsjen tusken it iene of it oare dialekt, elke kar bringt gaos, willekeur mei; 3. sosjaal sjoen stekke de brûkers fan it iene dialekt net boppe it oare út; 4. alle besteande teksten (yn ûnderwiis, amtlik ferkear, literatuer, wittenskip, ensfh.) soenen ynienen net mear goed wêze omdat se net oan de standert foldogge; 5. standerdisearring sil de fan-hûs-út Frysktaligen ferfrjemdzje fan har eigen taal; 6. De standert is net oan te learen: as in Frysktalige leare wol om it Frysk te skriuwen, moat er tenei miskien wol in pear tûzen eigen foarmen ôf- en likefolle ûneigen oanleare; 7. de operaasje kostet wer bergen jild; 8. taal hat net allinnich in foarm, mar ek in funksje (sjoch fierder de lêste lange alinea fan dit stik).
Wat leist tsjin ús riddenearring yn? Do makkest it dysels wol hiel maklik troch oan hast al ús arguminten foarby te gean. Mar dêrmei hast fansels noch gjin gelyk. Wat neamst al? By de stavering komst alderearst op de feroaringen yn 1980. Dy fergeliking doocht net. Dy staveringsferoaring spile him tsjin in hiel oare achtergrûn ôf. It Frysk waard doetiids al fan 1976 ôf tastien as fiertaal yn it basisûnderwiis en dêr as fak ferplichte yn 1980. Der wie, hiel oars as no, oangeande it Frysk in nij elan, nije hoop, yn en bûten it ûnderwiis. Datsto no Frysk oan Stenden jaan kinst, is in streekrjocht gefolch fan dy feroaringen om 1980 hinne. In twadde grut ferskil is dat om 1980 hinne de wrâld noch net digitalisearre wie. It Frysk learen en skriuwen spile him ôf yn de (út ús perspektyf wei) konservative wrâld fan dosinten, ûnderwiis, learboekjes en papier. De kontekst is hjoeddedei folle frijer: as minsken Frysk skriuwe, dan brûke se faak har eigen stavering. Tink dêrby alderearst oan de sosjale media! Sokke skriuwers hawwe hielendal gjin ferlet fan (nije) staveringsfoarskriften. Dan hast noch in twadde 'argumint' om de stavering oan te passen: dy soe 'konsistinter' wurde. Eins leaust dêr sels al net yn, want de helte fan dyn stik giet no krekt oer in gebrek oan konsistinsje yn de feroaringen, te witten de stavering fan de frjemde wurden. En foar it oare hawwe wy wol sjen litten dat de feroaringen

oan de iene kant ienheid bringe, mar oan de oare kant krekt nije swierrichheden jouwe (sjoch foaral de stikken fan André Looijenga en Henk Wolf).
De standerdisearring dan. Ek dêr neamst as foardiel hieltiten de 'konsistinsje'. Ik ha wat my oangiet oertsjûgjend útlein dat der foar Frysktaligen sa ûnmooglik in logyske en dus goed te learen standert ûntstean kin (sjoch byg. 'In list mei standertwurdfoarmen: per definysje in gaos', op http//www.skanomodu.nl, d.d. 13.5.2013). Ast my (en al ús meistanners) ta in oar ynsjoch bringe wolst, moatst dêrop yngean. En hoe sit it dan mei dy net-Frysktaligen dy't hieltiten wer opfierd wurde? Fansels, it is technysk sjoen makliker om har mar ien foarm foar te hâlden, mar dan ferlitte se de Afûk- en Stendenlokalen en komme ta de konklúzje dat yn de besteande, de 'echte' taalmienskip it Frysk hiel faak twa (en soms noch mear) foarmen foar inselde begryp hat (ek op papier). Ik soe dêr as Frysklearder mear fan witte wolle en by myn dosint om opheldering freegje. Dy hat der dan dus dochs noch wurk fan. Der is in folle makliker oplossing: gean wat soepel mei de dialektferskillen om, presintearje se net as in probleem, mar as in realiteit. Dat skeelt al de helte. Ik ha yn de hast fjirtich jier dat ik op PA en universiteit ek Frysk oan hûnderten net-Frysktaligen jûn ha mar hiel selden meimakke dat se mei de dialektferskillen sieten.
Dan neamst noch ien oar argumint foar standerdisearring. Do lûkst tusken it Frysk en it Nederlânsk in parallel, mar ek hjirre doocht de fergeliking net. It Nederlânsk h a t net allinnich in standerdisearre fariant, mar i s ek standerdisearre. Neist en boppe de Nederlânske dialekten bestiet yn hiele Nederlân en yn alle situaasjes in libbene, algemien gebrûklike fariant, it Algemeen Beschaafd. Dat jildt sawol foar de skriuw- as foar de sprektaal. Beide farianten fersterkje inoars posysje. Omdat it Nederlânsk sa'n algemiene, sa'n standerdisearre, fariant hat, moat it Frysk dy ek ha, sa wolst ha. It Frysk ferkeart lykwols yn in folslein oare posysje. It Frysk is alderearst sprektaal en dêryn wurde de dialekten folop brûkt. Oars as yn it Nederlânsk is der net in sprutsen algemien Frysk. Dêrneist is der ek in skreaune fariant fan it Frysk, mar dy hat om ûnderskate (en, mei ik oannimme, ek dy bekende) redenen in folle minder stevich plak as it skreaune Nederlânsk. Ek yn dat skreaune Frysk libje de dialekten folop. Dyn 'oplossing' giet hielendal foarby oan de sosjale posysje fan it Frysk, oan it feitlike gebrûk. Men kin net samar eefkes it etiket 'standert' op it Frysk plakke. En tink net dat de (Haachske) bûtenwrâld him ek mar in tel drok makket om dy kant fan it Frysk! It soe folle fruchtberder wêze om dy yn te setten foar it mear brûken fan it Frysk, op elk nivo en yn elke situaasje. Dêrút wei kin men fierder bouwe oan in standert. Sa is ek de skriuwtaal ûntstien dy't wy no brûke en dêr't wy noch hieltiten fierder oan bouwe. Dêr moat in oerheid him net mei bemuoie. Dat de Steaten dat no al driigje te dwaan, soe oars ek in unikum yn de taalskiednis wêze.
Bêste Geart, ik hie graach wat koarter om 'e hoeke wollen, mar dyn stik rôp no ien kear dizze wiidweidige tsjinreaksje op. Ik soe sizze, besjoch nochris yn alle rêst ús arguminten .

Mei freonlike groetenis, dyn âld-dosint Pieter Breuker

P.S: moarn komt op dizze webside ús 'Oprop oan Provinsjale Steaten'. Dy is troch 103 (ek jonge) minsken en organen út wittenskip, ûnderwiis, kultuer en skriuwers- en útjouwerswrâld ûndertekene.

Fan bleke mantsjes en misse setten

Koartby hawwe de Steaten fan Fryslân in beslút nommen dat net allinnich in staveringsferoaring fan it Frysk ynhâldt, mar ek de doar iepenset foar nije feroarings. Dat hat in stoarm fan protesten oproppen, mar Anne Dykstra, wurdboekskriuwer by de Fryske Akademy, hat yn dizze krante útlein dat de ferskillen wol tafalle. Boppedat, skriuwt er, wiene de feroarings needsaaklik. No wit ik fan oare gelegenheden dat jo net alles serieus nimme kinne wat Anne Dykstra seit. Mar by alle protesten binnen noch altyd de wichtichste arguminten net neamd. Foar dy't it hiele stik te lang is, jou ik se hjir yn it koart:

1) Anne Dykstra (en blykber net ien op 'e Akademy) wit net wat staveringsregels binne.
2) Anne Dykstra (en blykber net ien op 'e Akademy) wit net hoe't stavering wurket.
3) Anne Dykstra (en blykber net ien op 'e Akademy) wit net wat it doel is fan stavering.

Mar earst in útstapke nei it Ingelsk. Der binne twa menieren om dy taal te skriuwen: Britsk en Amerikaansk. Minsken dy't geregeld skriftlik Ingelsk brûke, moatte dus twa staveringen leare. Is dat makliker te learen? Nee. Wurde dêrtroch minder flaters makke? Nee. Helpt it om ûnderskied te meitsjen tusken de Britske en de Amerikaanske útspraak? Nee. Der binne plenty ferskillen tusken sprutsen Amerikaansk en sprutsen Britsk Ingelsk, mar dêr sjogge jo neat fan werom yn 'e stavering. En der binne plenty ferskillen tusken skreaun Amerikaansk en skreaun Britsk Ingelsk, en dy sizze neat oer de útspraak. Wêr komt dy ûnsin dan wei?

It hat allegear neat mei logika, pedagogyk of de natuerlike ûntjouwing fan in taal út te stean, mar wy hawwe it hiele bestean fan in aparte Amerikaanske stavering oan ien man te tankjen: Noah Webster (1758-1843). Hy fûn de besteande Ingelske stavering (dy't oan dizkant Atlantyske Oséaan noch altiten brûkt wurdt) net logysk, en ûntwurp in hiele nije stavering. Dy kaam net fierder as syn eigen buro. Doe betocht er in sterk ferienfâldige en folle logysker stavering foar it Ingelsk. Dy waard troch freon en fijân weihúnd. Op it lêst kaam er mei in pear lytse feroarings, in rychje fan in 40 wurden en útgongen, en it slagge him om dy ynfierd te krijen, sij it allinnich yn Amearika. Hoe died er dat? Demokratysk? Wittenskiplik? Pedagogysk? Nee: harkje marris nei de oantinkens fan de lettere útjouwer Horace E. Scudder (1838-1902), dy't syn karriêre begûn as lytsfeint op in printerij.

Doe't ik sa'n boike fan 13 wie en by de setterij wurke yn Burlington yn Vermont, kaam der in kear in lyts mantsje mei in bleek gesicht by my op it wurk en joech my in fodsje mei printwurk oer, mei it sizzen: Feintsje, asto dizze wurden brûkste, wês my dan tewille en staverje se sa't se hjir steane: 'theater, center etc.' Dat wie Noah Webster dy't de printerijen bylâns reizge en minsken besocht oer te heljen om op syn menier te staverjen."

Stavering en staveringsregels

By de Fryske Akademy hawwe se 'ûntdutsen' dat by it fêststellen fan 'e foarrige stavering (dy fan 1946) de regel beneamd is dat wurden dy't mei in koarte of lange /û/ yn prinsipe mei in *û* stavere wurde (*sûch*, *sûpe*), útsein as dy wurden yn it Aldfrysk in lange /o/ hawwe, dan wurde se stavere mei in *oe*: *foech*, *droech*. Mar dat is hielendal gjin staveringsregel, alteast: it is gjin regel dy't minsken brûke as se in wurd staverje moatte. It is in staverings*prinsipe*, dat de gearstalders fan de stavering-1946 brûkt hawwe om de stavering fêst te lizzen yn gefal fan twivel. Mar it hat nea de bedoeling west dat de brûkers fan 'e stavering it Aldfrysk derby helje soene om te kiezen tusken *û* en *oe*. Yn ûnderskate learboeken stie wol it ezelsbrechje dat men soms eefkes sjen koe nei it Hollânsk: hat it Hollânsk *ui* of *eu* dan hat it Frysk in *û*, hat it Hollânsk *oe* of *oo*, dan hat it Frysk *oe* (de útsûndering wie altyd *fûterje* - dat sil dan wol fan it Aldfrysk komme).

In staveringsregel is wat oars: dat is in regel om minsken te helpen om te witten hoe't se staverje moatte. In staveringsregel is bygelyks, dat in *d* oan 'e ein fan in tiidwurdstam

stean bliuwt yn 'e do- en de hy-foarm, ek al wurdt er net útsprutsen: *ik bied, do biedst, hy biedt*. In staveringsregel is ek, dat in *s* op 'e ein fan in wurd yn 'e grûnfoarm feroaret yn in *z* as de útspraak dêr oanlieding ta jout: *ik bin heas*, mar *heaze stimmen*.

Hoe wurket stavering?

Hoe staverje minsken? Minsken dy't in protte skriuwe en lêze hawwe yn prinsipe fan alle wurdfoarmen de stavering yn 'e holle. By elk wurd hawwe se in plaatsje, en dat plaatsje bestiet út in tal letters efterinoar, it saneamde wurd*byld*. De staveringsregels helje se der allinnich by yn gefal fan twivel, en wat minder as ien skriuwt, wat faker as ien dy regels nedich is (Moast 'hy wurdt' no mei t, d of dt?) Flot staverjen is inkeld in kwestje fan *oanwennen en weromkennen*. By einsluten hat stavering neat mei logika út te stean, omdat der gjin inkeld logysk ferbân is tusken de klank dy't jo hearre en it teken dat jo skriuwe.

Mar hoe witte minsken no wat de stavering fan de grûnfoarm is fan in wurd? Dêr is mar ien menier ta: oanleare en ynslite. As ús bern freegje hoe't se *ik brûk* skriuwe moatte, hoege wy net mei it Aldfrysk oan te kommen. Se wolle gewoan witte hoe't dat wurd skreaun wurde moat. Krekt sa is it mei wurden as *dei* en *daai*. Wy wolle bêst útlizze dat se yn 'e Wâlden dy wurden ferskillend útsprekke, en dat wy se dêrom ek ferskillend skriuwe, mar dat wolle se net witte. It kloppet ek net. Yndied, ús beppe sei fan *Gon hjirwei*, en foar ús rymde dat op *sûpenbrij* (foar har net!), mar *dêrom* skriuwe wy *wei* net mei *ei*, en ús bern hawwe grut gelyk dat se dat ferhaal fan oerbeppe net hiderkear wer hearre wolle. Wy skriuwe *wei* sa't wy it skriuwe *omdat wy it sa skriuwe* - en dat is de iennichste reden. Itselde jildt foar pearen as *fâden* en *fâlden*, *fâlen* en *fôlen, Meie* en *Maaie*, *murd* en *mud*, *gerzen* en *glêzen*, *koark* en *kwark*. Allegear goed te ferklearjen út it Aldfrysk, mar it Aldfrysk spilet yn it staverjen sels gjin inkelde rol, hat dat heechút (en yndirekt) spile yn it fêststellen fan 'e stavering. Mar sagau't men de stavering fêststeld hat, mei en moat men de regels foar it fêststellen ferjitte.

Wêr is stavering foar?

Gauris hearre jo, dat in staveringsferoaring derfoar soarget, dat in stavering makliker te learen is. Dêr sitte twa kolossale ûnwierheden yn. Yn it foarste plak is it gewoan net wier. It is like maklik om de stavering *Wêr?* te learen as dat yn 'e âlde stavering *Hwer?* te learen wie. Dat de wurden *wer* en *weaze* gjin *h* hawwe, seit neat oer it gemak dêr't minsken *hwer* of *wêr* mei leare soene. De sin *Wêrom moatte wy no wer nei de Weaze?* is like maklik te staverjen as *Hwerom moatte wy no wer nei de Weaze?*. Minsken leare nammentlik fan elk wurd apart de stavering, en as se dy ien kear witte, hâlde se dêroan fêst. Dêr brûke se faak handige rychjes en ezelsbrechjes by, mar dat binne helpmiddels dy't automatysk ûntsteane en oars oanrikt wurde troch in learkrêft. Sa hawwe de measte Fryskskriuwers it rychje *laitsje - maitsen - baitsje* wol yn 'e holle, omdat it de iennichste trije Fryskeigen grûnwurden binne mei in *ai* deryn. Mar as wy no hinnegean soene en staverje tenei *leitsje - meitsen - beitsje*, dan soe de stavering dêr net makliker of ienfâldiger fan wurde: net om te brûken, mar ek net om te learen.

De twadde ûnwierheid dy't nedich ûntmaskere wurde moat, is dat stavering ek hielendal net bedoeld is om lêzen of skriuwen mei te *learen*. Stavering is bedoeld om mei *te lêzen en te skriuwen*. Mar lêzen leare is wat oars as lêze, krekt sa't autoriden wat oars is as autoriden leare. De ferkearsregels binne der om autoride te kinnen, net om autoriden te learen. Om autoride te kinnen, moatte jo de ferkearsregels leare. Mar jo feroarje de ferkearsregels dochs ek net, omdat se dan makliker te learen wêze soene? Dêr binne dy regels nammentlik net foar! Sa is stavering der ek net foar om lêzen te learen. Nee, om lêze te kinnen, moatte jo it staverjen leare. Stavering is gjin lesmiddel, mar lesstof. En dat ûnderskied is essinsjeel.

Kamikaze

In stavering fan boppenôf feroarje is altiten en per definysje sinleas en kontraproduktyf. De minsken dy't al staverje kinne, krije it lestiger (se moatte nammentlik de nije stavering oanleare wylst se de âlde yn 'e holle hawwe), de minsken dy' t it noch net kinne, makket it neat út (de nije en de âlde stavering binne nammentlik yn prinsipe like dreech en like maklik).

Wat wol in gefolch wêze sil, is tanimmende betizing en just minder frijmoedigens om Frysk te skriuwen en minder minsken dy't witte hoe't it sit. Wat dat oanbelanget soe de (doe ek al ûnnedige en kontraproduktive) nije stavering fan 1976 dochs in ôflear wêze moatte: noch altyd binne der minsken, ek guon dy't nei 1976 berne binne, dy't ûnwis binne oft der no al of net in *h* yn it wurdsje *wat?* moat. Dat sil no earder slimmer as better wurde, as de lape naaid wurdt sa't er knipt is. It oanbod oan Frysk lêzen is al grutter as de merk fan lêzers, en nije lêzers sille har dus yn in merk bewege dêr't twa staverings yn brûkt wurde. De boeken fan Durk van der Ploeg en Anne Wadman sille wier net allegear omstavere wurde!

Fan dat oangeande hat de Akademy himsels meskien noch wol it slimst te pakken. Nim it Wurdboek Fryske Taal (25 dielen!), it Ingelsk-Frysk Wurdboek en it Juridysk Wurdboek, allegear útjûn troch de Fryske Akademy, en allegear noch lang net oan in nije printinge ta. De Akademy hat de Provinsje yn wêzen frege, om in tal fan syn eigen standertwurken mei ien beslút de status fan ferâldere te jaan. Ik soe sizze: dat is net allinnich jins eigen grêf dolle, mar der ek alfêst yn lizzen gean, de hiele gemeente op begraffenis noegje en dan de domeny freegje om de kûle mar ticht te smiten. Dêr docht dizze domeny net oan mei.

Beslút

It soe net de earste kear wêze, dat de Fryske Akademy mei staveringsútstellen kaam, dy't yn sân hasten wer ynlutsen wurde moatte. Doe't de earste printinge fan de *Nije list mei frjemde wurden* útkaam yn 1993, moast dy nei in stevige krityk út 'e hannel nommen wurde. Sels de meiwurkers fan 'e Akademy koene net mear in eksimplaar besette, en de hiele foarried is ferneatige wurden. Pas nei 7 jier kaam de twadde printinge, dêr't gâns better oer neitocht wie.

In steatebeslút kinne jo net út 'e hannel nimme, en om it offisjeel werom te draaien is fansels gesichtsferlies. Ik stel dêrom út om it ferfolchbeslút te nimmen, dat dizze nije stavering pas nei 7 x 70 jier yngiet. Dan sjogge wy dan wol wer.

Liuwe H. Westra

Steaten! hannen ôf fan de stavering!

Feie Fonyk

Der binne fan dy ûnderwerpen dy't steefêst oanlieding jouwe ta emoasjes en geharrewar: wol of net de deastraf, hoe moast oan mei pedofilen, kin Pyt Paulusma, it KNMI, it waarberjocht net dúdliker oanjaan hoe at it derút sjocht foar de kommende tiid, de sintrale as, Thialf, fuotbalfandalisme, jongerein en drank, sûpketen yn ús boerelân, smoke yn kafees, moatte froulju allegearre oan it wurk bûten de doar om sels harren eigen brea te fertsjinjen of moatte se thús sitte om de harren leave bern op te heinen nei skoalletiid mei in bakje tee en letter har leave man mei in pot bier, binne Cambuur en Hearrenfean net te folle foar Fryslân, binne der te folle Moslims, Poalen, Hollanners yn Fryslân en gean sa mar troch.

Koartlyn kaam der gelokkich in nij ûnderwerp op it kleed. De stavering. De steaten wolle de stavering fan it Frysk feroarje. Se hawwe dat foarlein oan de saakkundigen fan de Fryske Akademy. Miskien wienen it ek wol de saakkundigen fan de Fryske Akademy dy't tsjin de Steaten seinen dat de stavering feroare wurde moast. Dat wit ik net, want ik haw my der net yn ferdjippe. It skynt benammen te gean oer de "oe" en de "û", at ik it goed begrepen haw. No is de útspraak fan de oe yn "sûpketen" fansels wol oars as de oe yn "boerelân". Dat hat te krijen, hawwe se my eartiids leard, mei de" r" dy't folget op de "oe". Men neamt soks yn wittenskiplik jargon regressive assimilaasje fan plak, of labialisearring, of multilaterale opposysje fan de frikative konsonanten, dat wit ik net mear. Hawar, jo begripe wol dat de minsken dy't har hjir mei dwaande hâlde net fan de stjitte binne. Mar werom eins feroarje.

Ek yn it Nederlânsk geane der sa no en dan stimmen op om de stavering te feroarjen. De tiidwurdstavering is foar guon minsken net te begripen. Dy is gelokkich lyk bleaun, mar wy hawwe yn it ferline wol "pannekoek" hân en no is it "pannenkoek" of oarsom. Sjoch, sa kom ik by myn grutste beswier tsjin staveringsferoaring. Yn it ferline wist ik wol wat it wie. No net mear. Dan komt omdat stavering te krijen hat mei wurdbyld. Dy earme Sineeske bern hawwe tûzenen wurdbylden yn harren lytse Sineeske holtsjes en dy wurdbylden feroarje se net, want dan witte dy bern net mear wat se skriuwe moatte: "hinnehok" of "hinnenhok".

Ik bin dus tsjin eltse feroaring. Wa't net by steat is om Frysk of Nederlânsk te skriuwen sa at is no is, kin dat ek net nei de feroaring. Miskien skriuwen sokken wol helendal nea in Frysk of Nederlânsk wurd. Boppedat krije wy fan de Akademy ommers, nim ik oan, in nije staveringshifker en at wy de minsken fan de Steve Jobsskoallen leauwe meie, hat eltsenien aanst in tablet yn de bûse dy't alhiel automatysk de stavering oanpast. Fuort mei pennen en papier. Ta beslút: Sjoch nei Frankryk en Ingelân. Dy feroarje de stavering ek net. Dat betsjut dat je in tekst út foarige ieuwen lêze kinne sûnder dat je tinke "wat stiet hjir no wer". Boppedat hawwe se yn it Ingelsk wol acht skriuwwizen foar de "oe". Ik wurd der hast emosjoneel fan: do, krei, Jûne, mono, sop, bleu, showe en fruit.

Ophef over Friese spelling

Onlangs ontstond er in Friesland ophef over het door de Provinciale Staten van Friesland tamelijk geruisloos aangenomen voorstel van de Fryske Akademy voor een standaardspelling van het Fries. Die officiële spelling, die in 2014 zal ingaan, zorgt voor veranderingen in de spelling van enkele klinkers en Latijnse leenwoorden. En zoals dat gaat bij spellingwijzigingen, is niet iedereen het daarmee eens. Zo vindt taalkundige Henk Wolf het onwenselijk dat de Fryske Akademy voorschrijft welke vormen goed Fries zijn, en bijvoorbeeld *gyng* en *gong* ('ging') vervangt door *gie*. Verder keerde André Looijenga, meervoudig winnaar van het Grut Frysk Diktee, zich op het weblog *Neder-L* tegen de nieuwe regels. Zijn bezwaar: het woordbeeld van veelvoorkomende woorden verandert ingrijpend – zo is *ieu* ('eeuw') voortaan *iuw*.

(Onze Taal, juny 2013)

Kom mar op mei dy standert

De ôfrûne tiid is der in soad skreaun en wreaun oer de staveringswizigings en ek de standertwurdlist dy't dêrop folgje sil. Wa't de kranten en de sosjale media yn 'e gaten hâldt, kin wolris fan tinken wêze dat elke Fries der poer op tsjin is. Dat is lykwols net it gefal, it wurdt tiid ek dat lûd hearre te litten.

Nei myn betinken falle de staveringsferoarings wol in slach ta. It is in kwestje fan efkes wennen, dy fan 1980 hawwe wy ek mei-inoar oerlibbe. Mei't it foar de Frysk-learder dêrtroch ienfâldiger wurdt om de stavering oan te learen, kin ik allinnich mar foar wêze. Hoe dan ek moat ien dochs (ek al praat er al Frysk) wenne oan it Fryske wurdbyld. Yn it Frysk hawwe wy 'gaos' en 'kompjûter', mar ek Fryskeigene wurden komme studinten fakentiids nuver oer. Dus dat se 'drûch' skriuwe moatte yn stee fan no noch 'droech' moat net oerdreaun wurde. Benammen net om't 'hjoed' bestean bliuwt, fanwegen it feit dat it in twalûd is. Ik soe sizze, helje ek mear bonkjes derút, wêrom wol 'elitêr', mar net 'kolbêr'?

Dat alles as fûnemint foar in Standertwurdlist, dêr't ik in grut foarstanner fan bin. Wy hawwe yn it Frysk te krijen mei in soad dialektysk ferskaat dat de tsjinstanners graach sa hâlde wolle. Yn de sprutsen taal sil dat grif bestean bliuwe, mar wêrom moat it ek skreaun wurde? Ik wurd suver gek mei't ik hast by alle foarmen sizze moat dat in oare foarm ek kin. Dêr sit ik as ûnderwizer net op te wachtsjen, mar de studinten ek net. Didaktysk folle handiger om harren ien foarm as de goede oan te learen. Wy skriuwe al 'ûnmooglik', mar de measten sille 'onmooglik' sizze, net ien dy't dêr oer falt. Wat nukt it dan oft wy 'rûmte' skriuwe en de helte fan de Friezen dy't wend is 'romte' te sizzen dat sa oanhâldt. Dêr hoecht de stavering net fuort oan ôf te dwaan. En oars ek mar al. Itselde jildt foar alle foarmen fan it ôfslutend mulwurd 'naam/nommen/nomd' om mar ien foarbyld oan te heljen.

In standert jout ús in middel om de fûleinige ynterferinsjes út it Hollânsk tsjin te gean, en krekt dêr moatte wy de 'fijân' sykje, net by de mannen fan de Fryske Akademy. Wy hâlde likegoed mei in standert in pracht fan in taalrykdom oer. Mei in standert soenen wy just dy rykdom bewarje kinne, mei't wy foar it ûnderwiis in didaktysk sterk ynstrumint hawwe. Foar de Provinsje de taak om de kommende tiid fierder te ynvestearjen yn it ûnderwiis!

GEART TICHELAAR

Dosint Frysk oan de Pabû fan Stenden Hegeskoalle, lesjouwer by de Afûk, bestjoerslid Feriening Frysk Underwiis

Oprop oan Provinsjale Steaten, oer staveringsferoaringen en standerdisearring

Mear as hûndert ûndertekeners fan in Oprop oan Provinsjale Steaten fan Fryslân wolle gjin nije staveringswiziging en gjin ferplichtsjende 'standertwurdlist' foar it Frysk.

Under oaren de heechleararen Nils Århammar, Philippus Breuker, Henry J. Baron, Germen de Haan, Siemon Reker en Goffe Jensma fine in yn april nommen beslút fan de Steaten wittenskiplik min ûnderboud en net basearre op serieus draachflakûndersyk.

De ûndertekeners, mei bekende nammen út wittenskip, kultuer en ûnderwiis, wolle net dat takomstige produkten fan de Fryske Akademy as in staveringshifker en in Grien Boekje ta stân komme mei wizigingen yn de stavering of seleksje fan standertwurden op basis fan dialektfoarmen. It protest wurdt ek stipe troch de studinteferienings Bernlef, Skanomodu en de Federaasje fan Fryske Studinteferienings.

Neffens de ûndertekeners hawwe de Steaten romte genôch om by te stjoeren, ek nei it foarriedich beslút fan 24 april. In definitive regeling moat noch oannommen wurde.

De Oprop is hjoed, 5 juny, op it Provinsjehûs oanbean oan Jannewietske de Vries, deputearre fan taal, kultuer en ûnderwiis. De opstellers fan de Oprop binne de taalkundigen Pieter Breuker, Goffe Jensma, André Looijenga en Henk Wolf en de skriuwers Eeltsje Hettinga, Elske Schotanus en Abe de Vries. Hjir folgje de Oprop en de list fan ûnderskriuwers:

Oprop oan Provinsjale Steaten

Ljouwert, 5 juny 2013

Achte Steaten,

Yn dizze 'Oprop oan Provinsjale Steaten' wolle wy ús ûngerêstheid útsprekke oer it beslút dat jimme op 24 april l.l. nommen hawwe om alfêst in part fan de stavering fan it Frysk fêst te lizzen, mar tagelyk ek mei staverings**feroaringen** akkoart te gean. Tagelyk meitsje wy ús grutte soargen oer in noch folle fierdergeand plan, nammentlik om yn it Frysk sels, yn de **wurdfoarmen**, te snijen. Us beswieren wurde troch likernôch 100 saakkundigen droegen: wittenskipslju, dosinten, skriuwers, sjoernalisten, útjouwers, studinten en minsken út de kulturele hoeke. Jimme fine har nammen yn Taheakke I. Ek yn de reguliere en sosjale media hawwe in opfallend protte minsken har tsjin jimme plannen keard. Us brief bestiet út trije parten. Alderearst freegje wy ús ôf oft jimme wol de bedoeling hân hawwe om de Fryske Akademy (tenei: FA) *ek* de opdracht te jaan om de stavering te **feroarjen** en om yn it Frysk sels te snijen, om de **taal** te standerdisearjen. Yn it twadde diel geane wy yn op ús beswieren tsjin de staveringsferoaringen en yn it tredde op de plannen fan de FA (en fan jimme?) om de taal sels te standerdisearjen. Hjirre neame wy alfêst in algemien beswier dat sawol foar de proseduere as foar de ynhâld jildt. PS hawwe, mei útsluting fan oare partijen, oan de FA in opdracht jûn en dy hat by ús witten op eigen manneboet, sûnder yngeand oerlis mei 'it fjild', de oan jimme foarleine plannen betocht. Dat is in nuvere gong fan saken, sawol yn wittenskiplik as yn demokratysk opsicht. Der is ek bûten Akademy-rûnten in protte kennis oangeande stavering en standert en de taal is net allinnich it domein fan de FA, mar fan alle Fryskbrûkers. De protesten fan de lêste wiken út alderhanne rûnten tsjin ien en oar litte dat ek sjen. In twadde algemien beswier hâldt ferbân mei de kosten. Wy kinne dy net oersjen, mar se moatte yn de papieren rinne. It giet, neist (by-)skoalling, om it oanpassen fan bygelyks lesmetoaden, wurdboeken, grammatika's en

websiden (lykas edufrysk fan de Afûk). Neffens ús betinken soe it jild folle better op in werklik taalbefoarderjende wize bestege wurde kinne. Dêrby tinke wy alderearst oan in Nederlânsk-Frysk wurdboek dat like ryk is (oan synonimen en idioom) as it nije Hânwurdboek F/F en dat ek op deselde manier digitaal rieplachte wurde kin. Oan 'e ein fan ús oprop sille wy jimme freegje om **de stavering net te feroarjen en om net yn it Frysk sels te snijen** (troch dialektseleksje). De FA soe de nije opdracht krije moatte om op grûn fan de **besteande** stavering in Staveringswurdlist op te stellen, neffens opset te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk.

1. De opdracht fan PS oan de FA Neffens de 'Konsept-beslutelist PS-gearkomste 24 april 2013' (sjoch Taheakke II) hat, en wy sitearje jimme sels, 'de provinsje de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze standertwurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk, of offisjeel de 'Woordenlijst Nederlandse Taal van de Nederlandse Taalunie'. De standertwurdlist moat in oersjoch jaan fan de offisjele stavering fan it Frysk'. Dêrmei lizze jimme it doel fan it Groene Boekje korrekt út. Dat jout allinnich foarskriften foar de stavering, mar befettet gjin regels foar it standerdisearjen fan de taal sels, krekt oarsom. De 'Inleiding' fan it GB einiget sa: 'De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.' Yn har 'Advys regeloanpassing Fryske stavering' d.d. 18 jannewaris 2013 komme de trije opstellers lykwols mei in hiel eigen ynterpretaasje fan de standertwurdlist: De FA konstatearret dat 'de besteande, troch de Provinsje fêststelde, regeling foar de stavering net folslein en konsistint is'. Dat jout de FA oanlieding om de stavering net allinnich fêst te lizzen yn in standertwurdlist, mar tagelyk ek om dy te feroarjen. Mar de FA giet noch in flinke stap fierder: 'De FA is bliid mei it inisjatyf fan 'e Provinsje ta in offisjele *Standertwurdlist*. De FA is fan betinken dat sa'n ûndûbelsinnige wurdlist de drompel om Frysk te skriuwen leger meitsje sil. Nimmen hoecht him by it Fryskskriuwen mear ôf te freegjen oft wat er skriuwt wol geef Frysk is.' Wy freegje ús ôf oft PS de FA de opdracht jûn hawwe om de stavering te feroarjen. It opstellen fan in staveringswurdlist kin ommers ek op basis fan de *besteande* regels. Mei it oanwizen fan 'geef Frysk'-foarmen, dus mei it fêststellen fan hokker foarmen oft al en hokker net ta de standert hearre, geane de opstellers yn alle gefal, ek letterlik, bûten har boekje. Yn de Akademyplannen giet it (ynearsten?) om it kiezen út dialektfarianten. As foarbyld neamt de FA de kar tusken 'romte' en 'rûmte'. Woenen jimme wier dat de FA jimme opdracht sa rom útleit? It is ek de fraach oft de Provinsje wol it foech hie om it boppeneamde beslút te nimmen, alteast foar safier't it giet om taalnormearring. It soe yn alle gefal de earste kear wêze dat in Fryske oerheid binende foarskriften oer de taalnoarm jout. Hoe't it ek wêze mei, ôfsjoen fan de formele kant, der binne safolle ynhâldlike beswieren tsjin it kieze moatten út dialektfarianten, dat wy ús net yntinke kinne dat jimme de FA it Frysk sels standerdisearje litte wolle. Lykas sein, geane wy dêr yn it tredde part fan dit brief op yn.

2. Beswieren tsjin de staveringsferoaringen Yn de *slipstream* fan it gearstallen fan in Fryske wurdlist op grûn fan de **besteande** stavering, hawwe trije meiwurkers fan de FA in tal útstellen ta **staveringsferoaring** dien. Har staveringsferoaring (dêr't noch fierder oan wurke wurdt) krige op 24 april l.l. de ynstimming fan Provinsjale Steaten, sûnder dat de FA dêrta in (dúdlike) opdracht krigen hie en sûnder dat dy ynstelling dêrfoar earst oerlis mei it fjild hân hie. Wat soe der feroarje moatte? It útstel komt yn haadsaak del op: 1) it 'konsistint' tapassen fan de regels foar de stavering fan 'oe' en 'û'; 2) it ôfskaffen fan de skriuwwize 'ieu'; 3) nije regels foar it skriuwen fan guon frjemde wurden. (Sjoch Taheakke IV foar de tekst fan it foarriedige útstel ta staveringsferoaring.) Wêrom soe de stavering feroare wurde moatte? De âlde regels foar 'oe'/'û' soenen ûndúdlik formuleard en net hiel konsistint wêze, de 'ieu' soe oerstallich wêze omdat wy ek '-iuw' hawwe, yn de dûbelfoarm 'reauntsje'- 'reontsje' soe de lêste foarm ferfalle moatte en it staverjen fan frjemde wurden soe 'in heldere regeling' fertsjinje. Der is in protte tsjin sa'n staveringsferoaring yn te lizzen. Wy beheine ús ta **fjouwer haadbeswieren.** Yn it **foarste plak** wie der gjin winsk ta feroaring by de deistige brûkers fan it Frysk; de besteande stavering is net

perfekt, mar der is goed mei te wurkjen. En feroaring jout allinnich mar ûnrêst yn it ûnderwiis; dat hat no krekt ferlet fan rêst! **Twad**: it omdokterjen mei de stavering jout de gewoane brûker fan it Frysk gjin hâldfêst by it skriuwen, mar ûnwissens. Guon basale wurden oars skriuwe taast it besteande wurdbyld oan en makket it staverjen dêrmei no krekt dreger. Sa betsjutte de nije regels dat tenei hiel gewoane Fryske wurden as 'droech', 'útnoeging' en 'ieu' oars skreaun wurde moatte, nammentlik as resp. 'drûch', 'útnûging' en 'iuw'. **Tred**: it útstel dat der no leit is sels ek net konsistint. Neist 'telefyzje' (mei in f) stiet aanst 'advys' (mei in v) en dat is net minder nuver as 'televyzje'- 'advys', de âlde situaasje; de doe-tiid fan tiidwurden krijt 'oe', mar it mulwurd wurdt net neamd (dus: 'ik droech' en 'ik haw drûgen'?); en is it Nederlânske wurd 'toen' wier wol genôch besibbe oan 'doe' om te garandearjen dat wy it net as 'dû' skriuwe moatte sille? (Mear foarbyldsjes fan 'oe'/'û' yn Taheakke III.) Ek neffens de útstelde regels bliuwt it staverjen yn details dus in tizeboel. Der is gjin ferbettering, dat wy kinne de stavering dan better by it âlde hâlde. **Fjird**: wy twivelje ek oan it teoretysk tinkramt efter it stribjen nei in 'better learbere stavering'. It liket derop dat der net genôch rekken hâlden is mei de manier wêrop't minsken in stavering oanleare: dat giet mar foar in part analytysk, foar it meastepart ûntwikkelje wy as taalbrûkers lêzendewei ús wurdbyld. Om dy reden binne skynbere útsûnderingen (bygelyks 'ieu' of 'spoek') yn de praktyk folslein gjin probleem foar wa't de taal lêst of skriuwt. Dat in saneamde etymologyske stavering net oan te learen wêze soe, is net wier. It skreaune Frysk sit der fol mei, júst yn de gewoanste wurden ('hjerst', 'kâld', 'it', 'moatte', 'bleaun'). Feroarjen fan de stavering fan in pear deistich brûkte wurden soe dêrom inkeld symboalpolityk wêze. In nije, bettere staveringshifker soe wol in hiel moai stik ark wêze foar elk dy't Frysk skriuwt. Mei dy hifker moat der lykwols net in nije stavering ynfierd wurde. De 'nije' stavering dy't útsteld is, is ommers in ûnnedige oplossing foar in net-besteand probleem, smyt sels ek wer in protte nije ynkonsistinsjes op, bringt grif ûnfoarsjoene kosten mei him mei, en is – om koart te kriemen – út noch yn net in ferbettering by it lêzen en it skriuwen fan it Frysk.

3. Beswieren tsjin de standerdisearring fan it Frysk sels By de standerdisearring fan it Frysk giet it yn it 'Advys regeloanpassing Fryske stavering' d.d. 18 jannewaris 2013 fan de FA om yn de skriuwtaal kieze te 'moatten' tusken Fryskeigen dialektfarianten. Wy sille no tige yn 't koart útlizze wêrom't dy foarm fan standerdisearring (dy't dan, yn it ferlingde fan de nije regeling fan de stavering, ek wer jilde moatte soe foar it ûnderwiis en it offisjele ferkear) der net komme moat. Wy sille dêrby sjen nei de funksje en de foarm fan it Frysk. It Frysk is alderearst in sprutsen taal. Dat is in feitlike konstatearring. Neffens eigen sizzen soe in lyts 20 persint it Frysk skriuwe kinne. As it om **goed** Frysk skriuwen giet, tinke wy dat it by 5-10 persint bliuwt. Neier, al oankundige, ûndersyk fan de FA nei de feitlike behearsking fan it Frysk sil ústslútsel jaan kinne. Yn it sprutsene Frysk is folop romte foar de ûnderskate Fryske haaddialekten: it Klaaifrysk, it Wâldfrysk en it Súdhoeksk. Salang't it Frysk dêrneist net algemien skreaun wurdt, bliuwt dat sa. Dêr feroaret in fan boppen opleine taalnoarm, opsteld troch de FA en ferplichte troch de provinsje, neat oan: it berik dêrfan is ienfâldichwei te lyts. De 'gewoane' man skriuwt it Frysk net, de minsken dy't de taalnoarm tapasse moatte soenen (dosinten, wittenskipslju, skriuwers, sjoernalisten, útjouwers, ensafh.), komme massal yn ferset. Ut earder ûndersyk docht, oars as de FA stelt, ek bliken dat der ûnder de minsken dy't it Frysk skriuwe net folle ferlet is fan dialektseleksje. Der binne bûten de krekt neamde feiten noch gâns oare redenen om **dialektseleksje** ôf te wizen. Wy litte it **by twa foarm- en fjouwer funksjonele arguminten**. **1.** De taalkundige ferskillen tusken de Fryske dialekten binne lyts. Se jouwe eins noait oanlieding ta misbegryp. Men moat lang sykje om foarmen dy't de iene groep brûkt, mar de oare net (fuort) begrypt. Te tinken falt oan ynsidentele foarmen as 'harke' – 'riuwe', 'flues'- flij'. **2.** Der is taalkundich sjoen gjin ferantwurde kar te meitsjen tusken de ûnderskate dialektfarianten. Elke list sil hieltiten wer grutte willekeur sjen litte (sjoch Taheakke V). De FA soe net oarder en regel skeppe, mar gaos. Dat kin in wittenskiplik ynstitút as de FA him net feroarloovje, en de dochs al kwetsbere Fryske taalmienskip kin dat net drage. **3.** Sosjaal sjoen stekke de brûkers fan it iene (haad)dialekt net boppe dy fan it oare út. Dat komt alderearst omdat it Frysk primêr sprektaal is, mar ek troch de oanwêzigens fan it dominante Nederlânsk. Mei oare wurden: der is net in groep dialektbrûkers dy't op grûn fan (ekonomyske, kulturele of getalsmjittige) oerhearsking har

Fryske fariant as skriuwtaal oplizze kin. **4.** De besteande teksten yn it Frysk soenen ynienen net mear goed wêze. Dosinten en amtners soenen nij lesmateriaal krije moatte, it wurk fan **alle** Fryskskriuwers soe net oan de nije noarm foldwaan. En **alle** wurdboeken, grammatika's en staveringsmetoaden (dé taalnoarmboarnen) soenen ferâldere wêze. **5.** In Standertwurdfoarmelist sil taalbrûkers ferfrjemdzje fan har eigen, ieuwenâlde, goedfryske foarmen. Ynienen krije se fan boppenôf te hearren dat 'romte' net ta de standert heart, mar 'rûmte' wol, 'do' al, 'dû' net, en al dy oare taaleigen foarmen. En sa'n diktaat fan hegerhân sil sûnder mis syn útwurking op de sprektaal hawwe. Minsken sille har (noch) ûnwisser oer har eigen Frysk taalgebrûk begjinne te fielen. **6.** As lêste neame wy it didaktyske aspekt. By it Frysk skriuwen learen moat tenei e l k e Frysktalige eigen wurden en foarmen ôf- en ûneigen oanleare. Foar alle dúdlikens: it giet om tûzenen gefallen. Sa'n list (better sein: wurdboek) is foar gjin minske oan te learen, net allinnich fanwegen it grutte oantal wurden, mar ek omdat der gjin systeem yn sit. En is it werklik sa lestich foar net-Frysktaligen om yn kontakt te kommen mei dialektyske dûbelfoarmen, sa't foarstanners fan dialektseleksje hawwe wolle? Us ûnderfining is oars. Guon fan ús hawwe in protte ûnderwiisûnderfining mei net-Frysktaligen. Dy hawwe hûnderten fan har Frysk skriuwen leard en har amper kleien heard. Sterker noch: de measten fûnen it wol nijsgjirrich! It Frysk hat al in kwetsbere posysje yn it ûnderwiis, fan beukerskoalle oant universiteit. Dêrby komt it Frysk as skriuwtaal hielendal oan 'e krapperein. It ûnderwiis hat, wy wize dêr nochris op, ferlet fan rêst, fan stabiliteit, net fan ûnnedige, sels hiel ferkearde feroaringen! It Frysk hat in romme, mar yn de hjoeddeiske situaasje goed funksjonearjende skriuwtaalnoarm. Wa't as skriuwer ferlet fan stipe oangeande de taalnoarm hat, kin yn de besteande wurdboeken en grammatika's telâne. Wy moatte wiis wêze mei de minsken dy't it Frysk skriuwe. Meitsje de basis net noch smeller, ferfrjemdzje de Friezen net fan har eigen taal!

De seis opstellers en de likernôch 100 mei-ûndertekeners fan dit brief freegje mei klam Provinsjale Steaten om op grûn fan foargeande arguminten: 1. De stavering net te feroarjen. Dêrmei soe it beslút fan 24 april l.l. ferfalle en soe de FA net fierder hoege te gean mei noch mooglik oare oanpassingen; 2. de FA opdracht te jaan om op grûn fan de besteande stavering in Staveringswurdlist op te stellen, neffens opset en útwurking te fergelykjen mei it Groene Boekje; 3. De FA net in list opstelle te litten fan standertfoarmen, basearre op dialektferskillen (of op basis fan mooglik oare útgongspunten). Dêrneist soenen de Steaten de FA opdracht jaan kinne om op koarte termyn in (elektroanyske) staveringshifker te meitsjen, ek brûkber foar apple. En wy soenen ek tige oanstean wolle op in (nij) Nederlânsk-Frysk wurdboek dat like ryk is (oan synonimen en idioom) as it nije Hânwurdboek F/F en dat ek op deselde manier digitaal rieplachte wurde kin.

Mei freonlike groetenis, dr. Pieter Breuker, Ljouwert, frisist (âld-learare-oplieder en dosint taalfeardigens en sosjolinguistyk Frysk Ynstitút RuG); Eeltsje Hettinga, Ljouwert, skriuwer, dichter; prof. dr. Goffe Jensma, Sauwerd, heechlearaar Fryske Taal- en Letterkunde, Ofdieling Fryske Taal en Kultuer, Ryksuniversiteit Grins; drs. André Looijenga, Grins, redakteur literêr tydskrift Ensafh. en twafâldich winner Grutfrysk Diktee; Elske Schotanus, It Hearrenfean, skriuwster; Abe de Vries, Aldebiltsyl, dichter, winner Gysbert Japicxpriis 2005, sjoernalist; drs. Henk Wolf, Ljouwert, dosint taalkunde en Frysk.

Taheakke I Undertekeners fan de Oprop
Maaike Andringa, dosint klassike talen, Grins
Nils Århammar, heechlearaar Frysk, emeritus, RuG en Flensboarch, Braïst/Bredstedt
Henry J. Baron, Professor of English, emeritus, Calvin College, Grand Rapids (Michigan)
Wim Beckers, komponist, tekstskriuwer, Wytmarsum
Nynke Beetstra, oersetter Frysk, Grou
Wilco Berga, skriuwer, byldzjend keunstner, Harns
Pier Bergsma, âld-direkteur basisskoalle, Hurdegaryp
Bernlef, studinteferiening, Grins

Sytze Bijlsma, âld-direkteur iepenbiere basisskoalle, Driezum
Jetske Bilker, skriuwer, Achlum
Anna Marije Bloem, dosinte Frysk, Bogerman, Snits
Eize de Boer, sjoernalist, Noardburgum
Pier Boorsma, dichter, filosoof, Grins
Sjieuwe Borger, skriuwer, juridysk adviseur, Grins
Wietske Borger, ûndernimmer, Sleat
Sjoerd Bottema, learaar Frysk, skriuwer, Weidum
Philippus Breuker, heechlearaar, resp. bysûnder heechlearaar Fryske Taal- en Letterkunde, emeritus, Boazum
Goasse D. Brouwer, útjouwer, oersetter, lesjouwer Frysk, Ljouwert
Tsead Bruinja, dichter, Amsterdam
Eppie Dam, dichter, skriuwer, oersetter, resinsint, Kollum
Paul van Dijk, berneboekeskriuwer, Warkum
Louw Dijkstra, útjouwer, Dokkum
Liuwkje Everts, dosint Afûk, Hallum
Hille Faber, ûnderwizer, Warkum
Anne Feddema, skriuwer, byldzjend keunstner, Ljouwert
Federaasje fan Fryske Studinteferienings, Grins
Anneke Gerbrandy, skriuwster, Balk
Babs Gezelle Meerburg, frisist, Burdaard
Karel Gildemacher, nammekundige, De Jouwer
Rients Gratama, teaterman, skriuwer, Ljouwert
Pieter de Groot, sjoernalist, Wommels
Germen de Haan, heechlearaar Frysk, RuG, Hilversum
Hans de Haan, direkteur iepenbiere basisskoalle, Holwert
Josse de Haan, skriuwer, Gysbert Japicxpriiswinner 2007, Hendaye
Ruurdtsje de Haan, skriuwster, Burum
Wieke de Haan, skriuwster, Mantgum
Bouke van der Hem, jurist/mediator, skriuwer, Grins
Tsjisse Hettema, dichter, meiwurker Tresoar, Seisbierrum
Ytsje Hettinga, skriuwster, toanielspylster, Koudum
Otto Hiemstra, direkteur CBS De Opdracht, Oerterp
Eabele van Hijum, foarsitter CvB Stichting Nije Gaast, berneboekeskriuwer, Balk
Nanna Haug Hilton, universitêr dosint sosjolingwistyk, ôfdieling Fryske taal en kultuer, RuG, Grins
Klaas van der Hoek, konservator hânskriften en moderne letterkunde, UvA, Amsterdam
Ytsje Hoekstra, dichter, tekstskriuwer, Ljouwert
Hessel Huismans, âld-hûsdokter, Heech
Ferdinand de Jong, skriuwer, Drachten
Folkert de Jong, dosint Stenden Hegeskoalle, Drachten
Hanneke de Jong, bern- en jeugdboekeskriuwster, Frjentsjer
Sietske de Jong, skriuwster, Ljouwert
Simen de Jong, skriuwer, Bussum
Riekje Jongsma-van Dijk, skriuwster, âld-studinte Frysk, RuG, Nieuw Roden
Elske Kampen, dichteres, Gytsjerk
Jitske Kingma, útjouwer, skriuwer, Ljouwert
Grytsje Kingma-Zantema, sjongeres, liettekstskriuwster, Sint Jânsgea
Jurjen van der Kooi, âld-dosint Frysk RuG, âld-meiwurker Fryske Akademy, Bûtenpost
Gea Kooijenga, dosinte Frysk, oersetster, Drachten
Cees Krottje, dosint Ingelsk, Hanzehogeschool, De Like
Elmar Kuiper, skriuwer, byldzjend keunstner, Húns
Henk Looijenga, direkteur cbs De Finne, Aldeboarn, Tersoal
Aggie van der Meer, skriuwster, Boalsert

Geart van der Meer, âld-dosint Ingelsk en Frysk, RuG, oersetter, Midlaren
Hindrik van der Meer, komponist, liettekstskriuwer, Fûns
Beitske van der Meer-Stavenga, âld-ûnderwizer, Fûns
Cees van der Meulen, âld-studint Frysk, RuG, Grou
Jimke Nicolai, direkteur Bureau voor Levend Leren, Nij Beets
Syta Palma, âld-dosinte Frânsk, Grins
Anne Tjerk Popkema, oersetter, winner Obe Postmapriis 2012, taaldosint en -wittenskipper, Grins
Gertjan Postma, senior ûndersiker, Meertens Instituut, Amsterdam
Siemon Reker, hoogleraar Groningse taal en cultuur, RuG, Bedum
Sake Roodbergen, skriuwer oer de natoer, Akkrum
Marije Roorda, skriuwster, Broek
Willem O. Santema, ûnderwiisman en skriuwer, Heech
Robert Seton, opmakker/foarmjouwer, útjouwer, Ljouwert
Koop Scholten, âld-dosint Frysk, De Wylgen
Baukje Sienema, learkrêft groep 8, Surhústerfean
Froukje Sijtsma, sjoernaliste, Paramaribo
Skanomodu, stúdzjeferiening Fryske taal en kultuer, RuG, Grins
Bernard Smilde, emeritus predikant, siktaris Fryske Bibeloersetting, oersetter tsjerkelieten, Ljouwert
Albertina Soepboer, dichter, skriuwer, frisist, Harns
Hylke Speerstra, skriuwer, Snits
Irene Sterrenburg, dosinte Frysk, csg Liudger, Burgum
Steven Sterk, skriuwer, útjouwer, Tsjalbert
Hilda Talsma, skriuwster, Warten
Willem Tjerkstra, skriuwer, dichter, Gysbert Japicxpriiswinner 2003, Snits
Rommert Tjeerdsma, skriuwer, Marrum
Hylke Tromp, taalkundige, Reduzum
Jaap Veenstra, dosint Stenden Hegeskoalle, De Rottefalle
Johan Veenstra, schriever/verteller, Ni'jhooltpae
Wopke Berend Veenstra, lid algemien bestjoer Wetterskip Fryslân, boer, Boelensloane
Foppe Venema, dichter, Frankryk
Jan Visser, âld-studint Frysk, RuG, Frjentsjer
Siem de Vlas, túnfoarmjouwer, Ljouwert
Goaitsen van der Vliet, konservator Twentse Taalbank, Enschede
Daam de Vries, grafysk foarmjouwer, kollumnist ensafh, Bitgum
Jouke Douwe de Vries, riedslid Dongerdadeel, ôfdielingslieder Bogerman, Dokkum
Matty de Vries, dichteres, byldzjend keunstner, Grins
Oebele Vries, histoarikus, Westergeast
Thys Wadman, direkteur basisskoalle, meiwurker Studio F, skriuwer fan berneboeken, Koudum
Cornelis van der Wal, dichter, Ljouwert
Syds Wiersma, koördinator Fries Film Archief, Ljouwert
Douwe Willemsma, wethâlder, âld-dosint Frysk, Itens
Baukje Wytsma, dichteres/berneboekeskriuwster, Reduzum
Baukje Zylstra, skriuwer, redakteur, Arnhim

Fryske stavering net feroarje

6 juny, 2013 - 10:51

Mear as 100 ûndertekeners roppe provinsjale steaten op om de Fryske stavering net oan te passen. Under har binne in tal heechleararen lykas Philippus Breuker en Goffe Jensma, mar ek skriuwers as Eeltsje Hettinga en Abe de Vries. Sy fine dat der hielendal gjin reden is foar de feroarings. Boppedat hat it te min draachflak.

De steaten kinne neffens de aksjefierders maklik werom komme op de plannen, want de definitive regeling moat noch oannaam wurde. De hantekens binne woansdei oanbean oan deputearre De Vries.

http://www.omropfryslan.nl/nijs/fryske-stavering-net-feroarje

De Echte Fryske Skriuwtaal

Abe de Vries

De Moanne fan it Fryske Boek moat noch komme, mar dy fan de taal is alwer fiif dagen âld. Earst (hjoed) tekenje mear as hûndert kopstikken út wittenskip, kultuer en ûnderwiis protest oan by Provinsjale Steaten tsjin de op stapel steande wizigingen yn it Frysk. Oer in pear dagen, freed, hâldt It Skriuwersboun in spesjale iepenbiere gearkomste yn kafee Wouters yn Ljouwert. En oer in wike as wat komt der ek noch sa'n soart evenemint organisearre troch de Steaten sels.

Dat is in protte taal yn ien moanne. Der is in ûngemaklike sitewaasje ûntstien dêr't in útwei út socht wurde moat. De Steaten hawwe yn april in foarriedich beslút naam oer in staveringswiziging en in standertwurdlist foar it Frysk, op basis fan advisearring troch de Fryske Akademy. De ynformaasje dy't de Steaten krigen hawwe sjit lykwols wittenskiplik tekoart en blykt boppedat ek net basearre te wêzen op yngeand omfreegjen yn 'it fjild'.

Nei in perioade fan protesten fia opinystikken yn kranten en op ynternet is it no saak om spikers mei koppen te slaan en de skea te werstellen. Dat hoecht net hiel dreech te wêzen. It komt der op oan in staveringshifker te meitsjen dy't gjin standerdisearre wurdlist ynhat; ien en oar kin simpel regele wurde troch de opdracht oan de Fryske Akademy fierder ta te spitsen. By de útstelde staveringsferoaringen is it saak om earst mar ris in brede diskusje oer sin en ûnsin fan ditsoart hokuspokus ôf te wachtsjen. Ek dêr is beliedsmjittich genôch romte foar.

Wêr leit de oarsaak fan alle trammelant? Dy leit yn it tinken dat de oerheid – Provinsjale Steaten – troch yn te gripen yn de regels foar de Fryske skriuwtaal it brûken fan dyselde taal befoarderje kin. De taal soe 'makliker te learen' wurde, hy soe 'logysker' yninoar sitte en der soenen minder wurden komme foar itselde ding. Dat allegear soe fan it Frysk in Echte Taal meitsje.

De oerheid moat dat allegear net wolle. De skriuwpraktyk sels moat it dwaan. Wol kin de Provinsje in better foarbyld jaan. Foar it skriftlik brûken fan de taal bettere kondysjes skeppe. Foaral nét foarskriuwe watfoar taal wol en watfoar taal net op de Olympus fan De Echte Fryske Skriuwtaal omhingje mei. Soks skrikt elk dy't Frysk lêze en skriuwe wol allinnich mar ôf.

Hanno Brand (Fryske Akademy): discussie maakt de Friese taal sterker

‘Nee, mijn naam stond niet onder de Oproep. Ik denk niet dat dat verbazingwekkend is.’ Hanno Brand, waarnemend directeur van de Fryske Akademy, reageert ontspannen op het gedoe dat is ontstaan rond de Friese taal. Onlangs ontstond er ophef over de spellingschecker – de staveringshifker – die in de maak is. De ophef resulteerde in een oproep aan provinciale staten. Meer dan honderd ondertekenaars willen geen nieuwe spellingswijziging en geen verplichtende ‘standaardwoordenlijst’ voor het Fries, zo werd gedeputeerde Jannewietske de Vries vandaag duidelijk gemaakt.

Hanno Brand: ‘Als er spellingswijzigingen worden voorgesteld dan zorgt dat waar ook ter wereld opschudding. Dat verbaast mij niet en het tekent de verknochtheid van de bevolking met de taal. Dat is dus een normale reactie. Wij vinden dat de discussie open gevoerd moet worden. Taal en identiteit is altijd emotie. We respecteren emotionele argumenten, maar hoe je met het vraagstuk omgaat is toch een academische discussie.’

‘De opdracht die de academie twee jaar geleden heeft gekregen is: ontwikkel een spellingschecker. Die kun je alleen maken als daar een lijst met woorden onder zit. De volgende vraag is dan: wat doe je met inconsequenties, het moet wel een coherent geheel worden. Met die vraag zijn we het veld ingetrokken, bij het onderwijs langs geweest. Ook de provincie heeft zo’n onderzoek uitgevoerd. Voor- en tegenstanders hebben hun mening kunnen geven. We zijn naar buiten geweest met de vraag: hoe valt dit? Vakspecialisten en de Afûk hebben zich hierover gebogen. Het onderwijs staat hier welwillend tegenover.’

‘De spellingschecker is supermodern. We zijn van 300.000 woorden naar 1 miljoen gegaan. Eén miljoen woorden zitten in die checker. Alle varianten zitten er in. Als ik een woord in typ dan komen alle varianten automatisch tevoorschijn. Om het ding te laten functioneren moest ik weten wat de standaard was, anders kun je zoiets niet ontwikkelen. Die standaard was er niet, nou ja, als je ziet wat er in het Fries wordt geschreven dan is die standaard er wel. De meeste mensen schrijven geef Frysk. Moet je de standaard toepassen? Nee!.’

‘Ach, verbaasd over de ophef? Nee, wel over de felheid van het debat, dat is even wennen. In Vlaanderen en in Duitsland waar ik heb gewoond zijn er ook discussie geweest. In Duitsland is de ringel s, de Eszett, verdwenen, niet niks in zo’n taalgebied. In de Oproep wordt stevige taal gebruikt. Ik lees woorden als dwangmatig en opgelegd, het woordbeeld valt vaak. Er is het verwijt dat we geen rekening houden met de varianten. Dat raakt een gevoelige snaar. Het is een misverstand. Als er inhoudelijke argumenten zijn dan luisteren we.’

‘Deze maand komt er nog een debat. Dan zullen we het goed presenteren. Een gezamenlijk debat met de Schrijversbond, de Fryske Akademy en de provincie is mislukt. Men vond de politieke rol te groot. Wat ik daar van vind? Daar zeg ik niks over. Naar het debat dat vrijdag in café Wouters wordt georganiseerd ga ik niet. Als ik was gevraagd, dan was ik daar naar toe gegaan.’

‘Met deze discussie wordt de taal overigens sterker.’

Abe de Vries

Reactie geplaatst op 06 juni 2013

Spitich dat de sjoernalist fan tsjinst net beskikt oer de stikken. Oars hie er sizze kinnen: "Menhear Brand, jo binne net yn jo earste leagen smoard." Brand... is dat net de man dy't in sprekferbod ôfkundige oan de Fryske Akademy?

Pieter Breuker

Reactie geplaatst op 07 juni 2013

Brand syn reaksje falt in oantal saken oan op:
1. de tsjinstanners fan de Akademyplannen soenen 'emotionele arguminten' brûke. It is krekt oarsom: Brand reagearret net rasjoneel, hy giet op net ien fan al ús saaklike arguminten yn dy't wy yn ús 'Oprop oan Provinsjale Steaten' neamd hawwe (sjoch foar de digitale fersy fan dy oprop: 'Oprop oan Provinsjale Steaten, oer staveringsferoaringen en standerdisearring'; op: http/www.ensafh.nl, d.d. 5.6.2013);
2. Brand hat it idee dat in taal 'coherent' wêze moat. Ik kin it hjirre om de romte net útlizze, mar gjin inkelde taal is op hokfoar nivo dan ek 'coherent' (taal is gjin wiskunde);
3. it fjild soe oer de Akademyplannen goed rieplachte wêze. Hoe kin it dan dat 104 (ek jonge) minsken út wittenskip, ûnderwiis, de skriuwers- en útjouwerswrâld en de kultuer ús Oprop ûndertekene hawwe (en dat de media al wiken lang fol steane mei stikken tsjin dy plannen)?;
4. om de 'spellingschecker' funksjonearje litte te kinnen, soe it nedich wêze om te witten wat de 'standert' is. Dat jildt yn alle gefal net yn technyske sin. Bedoelt Brand hjirre dat de brûker (fan wa oars?) witte moat wat 'de' standert is? Dan hawwe wy it net oer wittenskip, mar oer ideology;
5. 'Moet je die standaard toepassen? Nee!' , sa seit Brand. Yn Brand syn eigen stik (alteast in stik fan syn Akademymeiwurkers) fan 18.1.2013 stiet hiel dúdlik dat de standert yn it skreaune Frysk ferplichte wurdt foar it amtlik ferkear en it ûnderwiis. En dêr hawwe de Steaten op 24.4.2013 in beslút oer nommen.

Pieter Breuker

Hjir is neat mis, jonges. Nearne oer prate, dan litte se ús fansels wol gewurde.
boede
joekte
roepsk proekje hier
poekels
pineboek
tsjoeke ~~toeme~~ romme
seare koent =pynlike pûpert

IT EACH FAN EELKE
07 06 13

It Skriuwersboun. Hea, se skriuwe dat sels mei b-o-u-n. Ik soe bûn mei in u-kapke skriuwe. Wa is no yn de betizing. Wurdboek. U-kapke. Oer alle boegen, ek hoe't je it wurd bond-bûn ek mar yn in wurd sette. En dan skriuwt it Skriuwersboun himsels dus mei o-u. It Skriuwersboun is fan 1969. Dat is noch fan foar de proefstavering en dus ek noch foar de staveringswiziging yn de 70-er jierren, 1976 wie dat, bekrêftige yn 1980. Nei swiere, heel swiere debatten. Skriuwer Douwe Tamminga hat him deafochten yn de steaten om it saakje der troch te krijen en neffens my wiene doe guon skriuwers dy't in foaroansteande rol yn it Skriuwersboun hiene, der op út om de stavering safolle mooglik te feroarjen nei de útspraak. En dan blykt dat dyselde lju de namme fan it Skriuwersboun gewoan sa stean litte as foar de offisiële staveringswiziging. Oan de oare kant, dat mei, al soe't mar út sentimentele oerwagings wêze, it Fries Dagblad neamt himsels ek noch Friesch, mei c-h. Mar it joech ek oan dat it Skriuwersboun dochs wol wat in eigensinnige groep is. Wie. Se bin it net mear. It bin suertsjes wurden. Ik bring jim yn it sin dat koartlyn de provinsje ynienen de stavering fan it Frysk feroare hat op oanstean fan de Fryske Akademy. Der komt in nije wurdlist en fan ús en de skriuwers wurdt frege om dat oan te hâlden. It blykte dat de steaten al akkoard gien wiene foardat de boargers deroer diskusieard ha. Je kin sizze dat we allegear net goed oppast ha, je kin ek sizze dat deputeare steaten net echt nijsgjirrich wiene wat wy der fan fûnen. Net yn deselde sfear as yn de 70-er jierren yn elk gefal. Lit it my samar fersichtich sizze. Mar doe't it al sa wie, kamen der al wat reaksjes, mar net iens sa folle. Want der wurdt fan sels amper mear Frysk skreaun. Ja we twitterje no Frysk, mar dy kapkes bin sa dreech op dy tillefoandingen te krijen dus dy ferjitte we. Boppedat is twittertaal neat oars as ôfkoartings, no dan kin je alles dwaan. Even der dogge de hollanske lju twa ff fan effen, wy dogge fk foar efkes. Sa sawat. Mar de skriuwers, dy ha fansels wol wat te krijen mei in nije stavering, want dy moatte folút efkes efkes skriuwe. En al dy oare wurden. En dy wolle net allegear nei de krûch mei u-kapke. Mar der moat se jûn wol hinne, want yn kafee Wouters yn Ljouwert is jûn in diskusjejûn oer de stavering. Fan it Skriuwersboun mei o-u. De útnoeging is gol: wy wolle graach fan jim (de leden dus) fernimme hoe't jim foar de plannen oangeande de staveringsferoaring, standertwurdlist en staveringshifker oer stean. Gol. Ek net mear. It seit dus net wêr't it bestjoer aanst mei u-kapke fan it Skriuwersboun mei o-u stiet. Want wat blykt: se stelle harsels neutraal op. Mei opset sin. Want tinke se, der is gjin ienriedigens ûnder de leden. Nee dat wie der yn 76 ek net, doe woe elke skriuwer en elke skriuwster syn of har eigen stavering. Mar it wurd noch slimmer, it Skriuwersboun soe earst in jûn organiseare mei de Fryske Akademy. Mar omt se it gefoel hienen dat de provinsje dizze jûn regiseare woe kaam it ûnôfhinklike karakter fan de diskusjejûn yn diskusje. Sju dat skriuwers en skriuwsters it net mei elkoar iens binne, dat is dudlik en goed, want oars soene it net skriuwers en skriuwsters wêze. Mar dat de provinsje der dan foar soarge hat dat it bestjoer mei aanst u-kapke fan it Skriuwersboun ivich mei o-u o sa fersichtich oer de staveringstriedden dûnset dat is dochs wol wat frjemd. Soe dat betsjutte dat de provinsje tinkt dat at je de skriuwers út elkoar hâlde en dat der gjin mienskiplik stânpunt by harren is is dat je dan gewoan trochsjouwe kinne mei in ûnnutte staveringsferoaring? Wa moat dy dan brûke?

Transkript fan radioynterview mei Henk Wolf
Omrop Fryslân Radio, 7 juny 2013

OF = ferslachjouwer Omrop Fryslân
HW = Henk Wolf

OF:
De nije stavering makket Frysk skriuwen makliker, teminsten wy geane der mar foar it gemak fan út dat dat de bedoeling is. De Fryske Akademy hie ûntdutsen dat der noch wol wat ynkonsekwinsjes yn de taal sieten. At wy dy der no út helje, dan wurdt it grif makliker om ek Frysk te skriuwen, sa is de gedachte derachter. No, by de provinsje sei men: bêst genôch, dan dogge wy dat. Der moat trouwens noch wol in definitive klap op jûn wurde, mar der is ek in heel soad protest tsjin fan minsken dy't sizze: dat moatte je helemaal net dwaan en it wurdt der ûnoersichtlik fan. Hâld it asjeblyft sa't it no is. No, de Skriuwersboun hat dêr jûn ek noch in gearkomste oer, dêr't se deroer trochprate sille. Jo kinne no alfêst sizze wat je derfan fine, bygelyks fia Facebook of fia ús website, readetried@omropfryslan.nl, fia de mail dus of troch ús te beljen op it telefoannûmer fan it antwurdapparaat: 7009777. En de stelling is dan: de nije stavering makket Frysk skriuwen makliker. Ik lis it ek foar oan Henk Wolf. Goeiemoarn.

HW:
Ja, goeiemoarn.

OF:
Jo binne auteur, mar ek noch dosint Frysk en taalkunde oan de NHL en sil jûn op dy skriuwersjûn ek noch prate oer dit ferhaal, hin.

HW:
Ja, dat is korrekt, dan sil ik dêr ek in wurdsje dwaan.

OF:
Wat fine jo derfan?

HW:
Ik tink dat it sa stadichoan bekend is dat ik net in heel grut foarstanner bin fan dizze plannen. Ik ha in pear stikken yn 'e krante hân en ik ha my der wolris faker oer utere. Ik bin der net in lyfhebber fan.

OF:
Wêrom net?

HW:
It binne einliks twa plannen en ik wit net oft minsken dat dúdlik foar de geast ha. It giet om twa ferskillende dingen. De stavering dy't feroaret, dat is ien ding. Ik fyn it op himsels al in min plan wat se fan doel binne. Mar der sit noch wat oars oan fêst en dat ferjitte de minsken wolris, dat der ek in plan is om út al dy wurden dy't wy no ha yn 't Frysk, om dêr bepaalde wurden fan út te sykjen dy't dan tenei wol meie en oare wurden en dy meie net. Se wolle in standertwurdlist meitsje.

OF:
In soart Griene Boekje, mar dan foar it Frysk?

HW:
No, sjoch, dat Griene Boekje, dat is wat heel oars. Dat Griene Boekje, dat is allinnich mar in soart yllustraasje fan de spellingsregels fan it Nederlânsk en wat dy standertwurdlist docht, dy seit aansen bygelyks: at jo no sizze fan 'rûmte' en sis fan 'romte', dan wurdt ien fan dy twa foarmen útkeazen en dy oare dy mei dan tenei net mear, foar ûnder oaren minsken dy't yn it ûnderwiis sitte en minsken dy't by de oerheid wurkje. En dat giet folle fierder as stavering. Dan sizze je tsjin bepaalde wurden: dy sette wy aanst bûten de standert, dy fine wy wat minder en dy meie bepaalde minsken aanst net mear brûke. En dat fyn ik in heel grut beswier.

OF:
Ja, dat kin ik my yntinke, dat koe by de Omrop ek noch wolris in probleem wurde, ha 'k it idee.

HW:
No, by sa'n bytsje iderien, hin. Der sit ek net safolle logika yn.

OF:
Mar wêrom wol men dat? Want dat fyn ik noch wol nijsgjirrich. Ik kin my yntinke dat je sizze: dy stavering dy passe wy oan, want dêr sitte ûnlogyske eleminten yn en dat wolle wy einlik even rjocht lûke, mar wat foar foardeel soe hjir no yn sitte?

HW:
Wat derachter sit, dat kin ik ek allinne mar riede. Ik ha it fermoeden dat it idee derachter sit dat at it Frysk meitelle wol as in echte kultuertaal, dat je dan net tefolle fariaasje ha meie. Minsken tinke al heel gau: dat hat it Nederlânsk ek net en dat hat it Ingelsk net en dat hat it Dútsk net. En dy ha dat miskien ynderdaad yn wat mindere mate, mar dêr ha je soartgelikense gefaltsjes ek. En der is net ien dy't seit: jo moatte sizze 'het woei' en net 'het waaide' of krekt oarsom. Minsken binne der frij yn om dêryn te kiezen en je ha wolris wat foarskriften, boekjes dy't sizze: 'je kinne better dit brûke' of websites dy't sizze: 'je kinne better dat brûke', mar der is noait in oerheid dy't seit: 'It is ferbean om ien fan dy foarmen te brûken'. Jo meie yn prinsipe skriuwe wat je ek sizze.

OF:
Ja, en dêr komt by, ik fyn dat ek in stikje sjarme fan de Fryske taal dat je oan de wize fan útspraak en de wurden dy't men brûkt en hearre kinne yn welke regio men sit.

HW:
Ja, dat fine jo en dat fine in heel protte minsken en dy sille der ek fleurich mei trochgean en dêrom sil sa'n noarm ek noait wurkje. Dy amtners en dy ûnderwiisminsken, dy binne derta ferplichte, dy moatte aansen sa'n hele list út 'e holle leare of mei in kompjûterprogrammaatsje derby moatte se har deroan hâlde, wylst de rest fan de taalmienskip dat fansels net docht. Dus je krije in hele keunstmjittige noarm op dizze manier en ik tink dat je bygelyks yn it ûnderwiis learlingen en studinten heel bot fan it Frysk ferfrjemdzje at je se twinge om har eigen foarmen op te jaan foar dy foarmen dy't dizze minsken no útsocht ha.

OF:
Is it feitlik, Wolf, ek net in achterhoedegefecht? Dat wy al lang bliid wêze moatte dat minsken noch wat Frysk prate wolle en ús al helemaal net mear drok meitsje moatte oer hoe't se it dan opskriuwe moatte.

HW:
No, dat giet my wat te fier. Yn prinsipe giet it heel goed mei it skriuwen. Wy sjogge út al dy ûndersykjes nei taalbehearsking dy't yn de ôfrûne desennia ôfnaam binne dat dat skriuwen heeltyd mar tanimt. Dus dat falt wol in bytsje ta. It earste ûndersykje wie fan '69, doe wie dat sa'n 10% en wy sitte no ûngefear op in kwart fan de minsken yn Fryslân dy't Frysk skriuwe kinne. Dat liket helendal net sa raar. Mar dy minsken dy oriïnteare har - dan komme wy op it twadde punt, op de stavering sels - dy oriïnteare har fansels wol op wat se tsjinkomme. It is in misfetting om te tinken dat jo, at je skriuwe, dat je heeltyd neitinke oer de regeltsjes dy't derachter sitte. Jo lêze boeken, jo lêze tydskriften, jo lêze websites en jo bouwe in bepaald wurdbeeld op en wat dy stavering ek is, wy skriuwe faak op wat wy faak sjoen hawwe en net sa bot wat derachter sit. Dat ha sels de wurdboekmakkers altiten dien. Dêrom kamen se der no achter op in gegeven momint dat se net út 'e fuotten koenen mei de besteande regels. Wy binne sa bot wend oan in wurdbeeld, bygelyks <poes> mei <oe>, dat wy der helendal net oer neitinke dat dat neffens de offisjele regels mei in <û> moat.

OF:
Nee, dat is ek wer sa. No, dan meitsje wy der <kat> fan. Binne wy dêr ek wer út.

HW:
Binne wy derút, mar dan moatte wy ek wer in wurd skrasse. Dat wolle wy ek net.

OF:
Is it te kearen, it foarstel?

HW:
Dat is noch even in bytsje de fraach. De hele formulearring is in bytsje ûndúdlik. Der is in foarstel skreaun troch de Fryske Akademy en dat foarstel dat is yn earste ynstânsje fêststeld. En wat 'fêststelle' presys is, dat wit net ien. Mar troch de Steaten, mar se ha wol sein: dat is noch net definityf. At aansen dy wurdlist klear is, yn oktober, dan sille se definityf sjen nei oft se dit goedkarre ja ofte nee. Dus yn prinsipe kinne se noch nee sizze. Oan 'e oare kant, dat is wol heel skande fan it wurk at se aansen net wiis binne mei wat der leit, it toch in min idee fine, dan kinne se miskien better no ophâlde en dy boel in bytsje oanpasse.

OF:
Yn elk gefal mar even heel goed nei jim hearre, jûn by it Skriuwersboun en heel goed nei wat ús harkers derfan fine, dy't de hele dei noch reageare. Wy meitsje de balâns op even nei healwei seizen. Henk Wolf, tige tank foar jo bydrage oan it programma en sukses jûn!

Transkript fan radioynterview mei Hein-Jaap Hilarides
Omrop Fryslân Radio, 7 juny 2013

OF = ferslachjouwer Omrop Fryslân
HJH: = Hein-Jaap Hilarides

OF:
Meiharke nei dizze reaksjes hat Hein-Jaap Hilarides, skriuwer, muzikant en ek foarsitter fan it Frysk Skriuwersboun. Goeiemiddei, Hein!

HJH:
Ja, hallo!

OF:
Alderearst mar ris even oer de stelling: de nije stavering makket Frysk skriuwen makliker.

HJH:
Ik fyn it moeilik om dêr in útspraak oer te dwaan. Sjoch, de hele diskusje is begûn mei in staveringshifker, oftewol in spellingskontrôle en de fraach is oft dêr dan ek persee in staveringsferoaring by moat. En ik bin gewoan net saakkundich genôch om te beoardelen oft dat noadich is. Ja, wy sille dêr dus jûn in diskusje oer he. Bin ik ek heel benijd wat dêrút komt. Ik kin dat persoanlik net ... ik doar der dus niks oer te sizzen.

OF:
Wat fine jo fan de diskusje an sich? Want hy wurdt wol aardich fel fierd.

HJH:
It is goed dat der diskusje is. Ik bedoel, dat betsjut natuerlik gewoan dat it in soad minsken rekket, dat dy dermei dwaande binne en dat smyt ek in soad ynformaasje op en oandacht, wêr't je dan hooplik op in positive manier mei fierder kinne.

OF:
Sjogge jo it as persoan sitten dat je safolle feroarings eins ferplicht trochfiere moatte?

HJH:
Ik fyn dat dus moeilik. Wy as Skriuwersboun he dêr dus in neutraal stânpunt yn ynnommen, omdat der in heel soad foarstanners binne en in heel soad tsjinstanners en ik kin net presys sizze hoefolle, wat it persintaazje is, dêr hoopje wy jûn ek wat mear sicht op te krijen. Mar der binne gewoan foar beide kanten goeie arguminten. Dus nee, ik soe dat net sizze kinne.

OF:
Nee, dus ek oer dat twingende karakter derfan, want dêr begongen minsken oer, dat de diversiteit wat ferdwynt: fout is fout en goed is goed.

HJH:
Ja, yn dy diskusje belânje je natuerlik op in gegeven momint en dat kin ek net oars. Ik tink dat dat ek te meitsjen hat mei it feit dat der ek wat ûnfrede is oer de hele beslútfoarming, dêr sille wy it fan 'e jûn ek oer he. Ja, der is gewoan wat ûndúdlikheid en

wat ûnfrede oer hoe't it beslút ta stân kommen is en dêrtroch wurdt it ek field as ferplicht miskien. Ja, yn dy sin wurdt it ús ek opkrongen, dus dat kin 'k my ek foarstelle. Nochmaals, persoanlik bin ik net saakkundich genôch om dat te beoardieljen en ik praat no foaral ek in bytsje mei de pet op fan it Skriuwersboun en dan kin ik dêr niks oer sizze.

OF:
Binne aksjes fan jim Boun útsletten of is dy opsje iepen?

HJH:
Hoe bedoele jo, aksjes?

OF:
No, at jim daliks by dat debat yn mearderheid bepale dat der dochs noch in aksje ûndernaam wurde moat om der wat oan te dwaan, bygelyks.

HJH:
No ja, wat wy sels graach wolle is in soart fan foarstel nei de provinsje en nei de Akademy ta, mar ja, dat litte wy graach ôfhingje fan de gearkomste jûn, mar dêr soe ik yn ider gefal sels graach op ta wolle dat der in soart fan foarstel komt, miskien in brief of in iepen brief mei dêryn in soart fan foarstel hoe't wy dit oplosse kinne. Dat soe einlik betsjutte, tink ik, om noch in stapke fierder te gean: is it mooglik om yn te gripen yn it proses? Is it noch mooglik om nochris op nij te sjen nei hoe't dit no sa fier kommen is, deze hele ûnfrede en einlik he wy it dus oer it proses fan de beslútfoarming. Kinne wy nochris in kear in stap werom en sjen oft wy nochris in kear mei syn allen om 'e tafel kinne om te sjen fan: om dy staveringshifker te krijen, moat dan ek dy hele staveringsferoaring plakfine?

OF:
Steane de kopkes by it Fryske Boun allegear de deselde kant op?

HJH:
Under de leden net, nee. Dat kin ek noait, fanself. Wy hewwe mear as hûndert leden, dus dat kin noait. No binne dêr jûn fanself net hûndert man, mar der binne in heel soad, dy he sich ôfmeld, mar wy witte wol fan de helte sawat wol de miening en einlik wol fan folle mear, want der is in groep fan sân, in aksjegroep is it einlik, dêr't Henk Wolf ek by heart, dy't wy krekt hearden, en dy binne dus tsjin en dy hewwe in hele soad minsken ûndertekenje litten om ek tsjin te wêzen. Har oprop oan de provinsje ...

OF:
De petysje?

HJH:
Petysje. En dat binne aardich wat. Ik wit net oft dy allegear lid binne fan it Skriuwersboun, mar wol in hele soad, fansels.

OF:
It wurdt in levendich debat jûn?

HJH:
No, ik hoop dat it yn ider gefal in levendich debat wurdt. Ik hoop dat der ek aardich wat minsken binne dy't út belangstelling dêr komme of gewoan graach meidiskusjeare en ik bin foaral heel benijd hoe't it ôfrint.

OF:
Wy ek. Dat hearre wy miskien moarn, hoe't dat presys komt. Hein-Jaap Hilarides, dankewol foar jo taljochting oer ús stelling fan hjoed.

BESWIEREN TSJIN STANDERDISEARRING (ynlieding gearkomste Skriuwersboun 7.6.2013)

1. Wat is (yn de rinnende diskusje) standerdisearring?

Ik sitearje út it rapport d.d. 18.1.2013 fan de FA dêr't PS har beslút fan 24.4. op nommen hawwe:

'Om ta in *Standertwurdlist* te kommen, sil […] earst in *standert* fêststeld wurde moatte. Der sil dus in kar makke wurde moatte út de farianten dy't yn 'e ûnderskate Fryske dialekten foarkomme, is it *rûmte* of *romte*?'

In standert wurket dus hiërargisearjend, der moat ommers in 'kar' makke wurde..

Dy standert sil yn it skreaune Frysk ferplichte wurde foar ûnderwiis en amtlik ferkear.

En: 'Bûten it offisjele ferkear en it ûnderwiis hat elk it frij om fan 'e standert ôf te wiken. De ferwachting is lykwols dat gâns lju foar de feilichheid en de struktuer fan 'e *Standertwurdlist* kieze sille.'

2. De opdracht fan PS oan FA

Oarspronklik: in Frysk Grien Boekje meitsje, te fergelykjen mei it (Nederlânske) *Groene Boekje*.

It *Groene Boekje* is in wurdlist op basis fan de *besteande* stavering.

Op 24.4.2013 haww PS it prinsipe-beslút nommen om de FA net allinnich in Frysk Grien Boekje meitsje te litten, mar ek om de stavering te feroarjen en om de taal te standerdisearjen.

Opmerklike aspekten oan dat prinsipe-beslút en it foarôfgeande trajekt:

a. de FA hat it fjild net (goed) rieplachte (hie by sa'n ynterpretaasje fan de opdracht absolút moatten)

b. út petearen mei ûnderskate steatefraksjes is dúdlik wurden dat PS op 24.4. net in goed byld hienen fan de ynhâld fan it beslút

c. it is in unikum dat in oerheid him direkt mei de taalnoarm bemuoit

3. Wat binne yn it Frysk oant no ta de belangrykste boustiennen foar de standerdisearring fan de skreaune taal?

a. (en primêr): de literatuer

b. grammatika's en wurdboeken

c. oersettingen yn it Frysk

d. berneliteratuer

e. sjong- en toanielkultuer

Dat binne dus allegearre aktoaren dy't bûten it (direkte) yngripen fan de oerheid falle. Op grûn fan (foaral) boppeneamde aktoaren is der, al skriuwende-, wurkjende- en diskusjearjendewei, in normearre skriuwtaal ûntstien. Dêryn is in protte romte foar dialektfariaasje (primêr: Klaai- en Wâldfrysk), wylst ynterferinsjes út it Nederlânsk safolle mooglik keard wurde.

4. Fierdere beswieren tsjin standerdisearring

a. De taalkundige ferskillen tusken de Fryske dialekten binne lyts. Se jouwe eins noait oanlieding ta misbegryp.

b. Der is taalkundich sjoen gjin ferantwurde kar te meitsjen tusken de ûnderskate dialektfarianten. Elke list sil hieltiten wer grutte willekeur sjen litte.

c. Sosjaal sjoen stekke de brûkers fan it iene (haad)dialekt net boppe dy fan it oare út.
d. De besteande teksten yn it Frysk soenen ynienen net mear oan de standert foldwaan en dêrmei mindersoartich wêze (en boppedat ek net oan de nije staveringseasken foldwaan).
e. In Standertwurdfoarmelist sil taalbrûkers ferfrjemdzje fan har eigen, ieuwenâlde, goedfryske foarmen.
f. It didaktyske aspekt. By it Frysk skriuwen learen moat tenei e l k e Frysktalige tûzenen eigen wurden en foarmen ôf- en ûneigen oanleare (sjoch fierder: 'Oprop oan Provinsjale Steaten, oer staveringsferoaringen en standerdisearring'; op: http//www.ensafh.nl, d.d. 5.6.2013).

5. Fryske en Nederlânske standert binne net mei-inoar te fergelykjen

a. Frysk is primêr **sprektaal**, mei ynterferinsjes en mei dialektfoarmen.
Ynterferinsjes wurde algemien sjoen as in bedriging foar de Fryske standert.
Allinnich dêrom al kin de sprektaal net as foarbyld sûnder mear foar de Fryske skriuwtaal jilde.
Dialektfoarmen wurde wol algemien akseptearre.
De posysje fan it Frysk as **skriuwtaal** is swak. Miskien kin 5-10% goed Frysk skriuwe? Mar ek dy groep skriuwt it Frysk net geregeld yn alderhanne taalgebrûkssituaasjes, domeinen.

b. It Nederlânsk (*Algemeen Beschaafd)* funksjonearret folop, as standerdisearre sprek- en skriuwtaal.
Beide farianten libje tige, yn hiele Nederlân en yn alle taalgebrûkssituaasjes. Se fersterkje inoar.

6. Ynterferinsjes

Guon behelje by de standerdisearringsplannen de ynterferinsjes yn it Frysk út it Nederlânsk.
Dy wurde yn gjin inkeld FA- of PS-stik neamd. En: dialekseleksje hat neat mei ynterferinsjes te krijen.
Op sa'n wize wurdt de diskusje dus op ferkeerde paden brocht.

7. Us easken oangeande standerdisearring

De FA krijt de opdracht om in yn alle gefal digitaal Frysk Grien Boekje te meitsjen, op basis fan de besteande staveringsregels. De stavering wurdt dus net feroare.
Yn dat boekje wurde de no yn de skriuwtaal gongbere dialektfarianten opnommen. Dêrby wurdt gjin hiërargy oanjûn. By need soe it iennichste stjoerende elemint wêze kinne dat by dûbelfoarmen ('romte'- 'rûmte', 'gong'- 'gie', ensafh) dialekt/fersprieding en frekwinsje oanjûn wurde. De brûker kin by twivel dan sels kieze.

Pieter Breuker, frisist (âld-learare-oplieder en dosint taalfeardigens en sosjolinguistyk Frysk Ynstitút RuG)

Nije stavering, goed idee!

Nije stavering, goed idee!

- poes / pûs

boesgroen

Advys
Op grûn fan hamen ynventarisaasje komt de FA mei de folgende wizigingsfoarstellen (sjoch ek it advys regeloanpassing fan de Fryske Akademy):
- De stavering fan de klank /u(:)/
Haadregel: de /u(:)/wurdt yn it Frysk stavere as <û>.
Op dy regel binne twa útsûnderingen:
a. As it dûdlik oerienkomstige standertnederlânske wurd in <oe> hat, dan hat it Fryske wurd dat ek.

b. De bûging fan in behend tal ûnregelmjittige tidwurden krijt yn de dwelid foar de /u(:)/-klank <oe>.

Nije stavering, goed idee

Wat is it dûdlik oerienkomstige Standertnederlânske wurd fan 'boesgroen'?

- overhemd?
- boezeroen?
- ?

doe

Nije stavering, goed idee

- "Doe" is yn it Standertnederlânsk "toen", mar is dat wol it "dûdlik oerienkomstige wurd"? De wurden lykje net folle opinoar.

groeven

Advys
Op grûn fan hamen ynventarisaasje komt de FA mei de folgende wizigingsfoarstellen (sjoch ek it advys regeloanpassing fan de Fryske Akademy):
- De stavering fan de klank /u(:)/
Haadregel: de /u(:)/wurdt yn it Frysk stavere as <û>.
Op dy regel binne twa útsûnderingen:
a. As it dûdlik oerienkomstige standertnederlânske wurd in <oe> hat, dan hat it Fryske wurd dat ek.

b. De bûging fan in behend tal ûnregelmjittige tidwurden krijt yn de dwelid foar de /u(:)/-klank <oe>.

Nije stavering, goed idee

- Juster groeven wy in gat.
- Wy hawwe dus in gat grûven.

wurdbyld!

Nije stavering, goed idee!

2.9 . ei of ij ?

De spelling van woorden met ai ('korte ai') of ij ('lange i') hangt af van de etymologie van het woord. Wat wij vandaag op verschillende wijze schrijven maar op dezelfde manier uitspreken (bijvoorbeeld leiden en lijden), werd vroeger ook op verschillende wijze uitgesproken (bijvoorbeeld in de middeleeuwen /e/(leden en lijden). In veel dialecten zijn deze uitspraakverschillen vandaag nog te horen. Bij twijfel over de juiste spelling biedt de Woordenlijst uitsluitsel.

2.10 . au of ou ?

Woorden die we vandaag met ou schrijven hebben een andere geschiedenis dan vergelijkbare woorden die een au hebben. Er zijn geen vuistregels te geven die de taalgebruiker enig houvast bieden. De Woordenlijst geeft uitsluitsel.

Nije stavering, goed idee!

Nederlânsk:
feit, gelei, fijn, gelijk, blauw, plausibel, vrouw, oud

Frysk:
blau, laurier, wy jouwe, grou, bôle, rôze, âlje, stân

Nederlânsk:
Ik vermoed het, hij vermoedt het, vermoed jij het?, jij vermoedt het, je hebt het vermoed.

Frysk:
Ik hâld fan dy, do hâldst fan my, wa hâldt fan ûs?

Kommisje-Meijerink:

* "spelambigue woorden" (rouw/rauw) = 2F
* "werkwoorden, 2e/3e persoon" = 3F

2F = moat elkenien kinne, mbo-nivo

3F = havo/vwo-nivo

Nije stavering, wat minder goede ideeën ...

- ieu > luw
- televyzje > telefyzje (!yzje?)
- refyzje, revisearje? (fisearje?)

Nije stavering, goed idee!

- Moat der wat feroarje? Ja.
- Moat dat sa't de Akademy it wol? Nee.
- Is it beslût te kearen? Ja.
- Hoe? Definityf beslût as de list klear is. Plenning: oktober.
- Wa hat te lijen fan dit útstel? Elk mei wurdbyld, learders, ûnderwiis, útjouwerijen, jim, jo, do en ik.
- Argyf fan de kwestje: http://lyt.sr/ute0x

Wer nei Fryske stavering sjen

7 juny, 2013 - 23:13

It Skriuwersboun wol dat de provinsje en de Fryske Akademy opnij sjogge nei it beslút in nije Fryske stavering yn te fieren. Dat is de útkomst fan in diskusjejûn freed fan leden fan it Skriuwersboun.

De Fryske Akademy hat de feroarings betocht. De Akademy wurket oan in standertwurdlist foar it Frysk. Doe die bliken dat in pear wurden ûnlogysk stavere waarden. Dêrom binne de regels op in pear punten oanpast en in oantal wurden feroare. Sa sil televyzje tenei mei in f skreaun wurde en droech mei in û.

Neffens it Skriuwersboun hat der te min diskusje mei it fjild west oer de nije stavering.

http://www.omropfryslan.nl/nijs/wer-nei-fryske-stavering-sjen

Skriuwers easkje staveringspetear

ASING WALTHAUS

LJOUWERT – It Skriuwersboun wol sa gau mooglik yn petear mei de provinsje en de Fryske Akademy oer de nije Fryske stavering. As dat net kin, dan is it Skriuwersboun tsjin.

Dat wie it útstel dêr't foarsitter Hein Jaap Hilarides mei kaam, freedtejûn op in iepenbiere diskusje yn kafee Wouters yn Ljouwert oer de stavering. Der wienen sa'n 25 man.

Om't de leden fan it Skriuwersboun ferdield binne oer de staveringsplannen, wol it bestjoer oer de stavering sels net in stânpunt ynnimme.

Mar krekt as in protte oaren is ek it bestjoer skrokken fan wat der no bart en hoe't it politike proses gien is. „Sels de steatefraksjes hiene net troch, wat se besletten hawwe", sei Pieter Breuker.

Want earst wie der in fraach om in Grien Boekje foar it Frysk, dêr't yn stiet hoe't wurden skreaun wurde moatte. Mar de Fryske Akademy kaam mei in plan foar in nije standertstavering en in oare wize fan staverjen fan guon Fryske wurden. De provinsjale polityk is der yn april mei akkoart gong, de Akademy kin it fierder útwurkje. Mar dêrnei kaam de grutte diskusje pas op gong.

Tsjinstanner Breuker (hy fertsjinwurdiget in 'groep fan sân', dêr't al mear as hûndert Fryske skriuwers en oersetters efter stean) joech oan, wat der net doocht oan de nije standert. Sa'n foarkarskriuwwize is tagelyk in útspraak oer dialektfariaasjes, om't de iene skriuwwize 'goed' is en de oare dêrtroch as minder sjoen wurde sil.

Henk Wolf joech tsjinspraken oan, dy't de nije stavering meibringt. Men soe tenei skriuwe moatte: 'Wy hawwe grûven' en 'Wy groeven in gat'.

Spitigernôch, fûnen guon besikers, wie der net ien fan de Fryske Akademy, om de foardielen fan de nije stavering ta te ljochtsjen. Hja wienen wol útnoege.

Der waard wakker spekulearre wêrom't se der net wienen: „Sprekferbod", waard sein. „Dy moatte út it hok komme en as folwoeksen minsken meidwaan oan 'e diskusje", miende Breuker.

De diskusje gong foar in part oer de nije stavering, en foar in part oer wat it Skriuwersboun te dwaan stiet, no't it earste politike beslút al west hat. Der waard op wiisd, dat guon politisy, no't der sa'n reboelje oer de stavering is, ek twivelje.

„Wy wolle ta op de diskusje mei de provinsje en de Akademy", werhelle Hilarides in pear kear. „Dat is net genôch", miende skriuwer Eeltsje Hettinga, dy't op in folle swierdere fertsjinwurdiging fan skriuwersbelangen ta wol.

(LC, 8 juny 2013)

'Oer jins skaad hinne stappe' haha!!!

It Skriuwersboun hie juster in gearkomste belein om ris te hifkjen wat de leden no eins fan de staveringsplannen fine. Dy opstelling fyn ik tige, earst witte wolle wat der libbet, dan pas in stânpunt ynnimme. Dat soenen mear bestjoeren dwaan moatte.

'Dus, do komst foar de rel?' sei ien fan de oanwêzigen doe't ik noch bûtendoar stie.
'Jawis, wat moat ik oars op in freed by kafee Wouters?'

Wy moatte de humor der mar fan yn sjen...

Yn 't foar wie der al in soad oer de saak skreaun, ik sil dat hjir net oerdwaan. Jammer foar de oanwêzigen wie dat der nimmen fan de Fryske Akademy wie (wêze mocht?) om de saak wat ta te ljochtsjen fan harren kant út. Dat hie oer en wer de kjeld wat út de loft helje kinnen, foarsafier't der, útsein de hege wyn bûtendoar, sprake fan kjeld is.

Wol liket my helder dat oer dizze matearje langer praten wurde moat. Henk Wolf liet sjen dat der noch flaterkes yn de útstellen sitte, boppedat wrakselje de measte minsken mei it wurdbyld. Ien fan de fragen wie dan ek: Kin in lytse taal dy't dochs al sa dreech oan de man/frou te krijen is al dizze argewaasje wol ferneare?

Neffens my is dat in dikke nee. (dikke is gjin goed Frysk wurd, mar it dekt de lading en dêr giet it om)

By de minsken dy't noch it nocht fine kinne en de koeraazje ha om yn it Frysk troch te skriuwen, as dêrmei te begjinnen, sakket de moed no al hielendal yn de skuon.

Ik bin gjin kompjûterdeskundige, mar der skynt in nije systematyk foar de nij te ûntwikkeljen staveringshifker te wêzen. Dat programma leit klear. Neffens it bestjoer fan it Boun soe de âlde wurdlist dêr no noch wol yn kinne.

It sil wol oan myn simpele wize fan tinken lizze, mar op myn fraach hoe lang soks duorje moast kaam as antwurd: 'It kin yn in wike wol, de kosten rûzje wy op in tûzen as fiif.' Dan sakket my de broek ôf.

Oprop: Gean mei elkoar yn petear, sa fluch mooglik. Lit dy nije stavering mar efkes lizze, dêr is noch tiid genôch foar. It tunneltinken dat de nije systematyk allinnich op de merk komme kin mei de nije hifker mar efkes út it systeem helje en pruts dy âlde wurdlist der mar yn.

Dan kinne de Frysk skriuwers trochskriuwe, de Akademy kin de wurdlist yn oerlis mei it fjild oanpasse en de Steateleden ha tiid om út te finen wêr't se no eins ja op sein ha. Kin nije wike wol beslikke wêze, dit ferhaal.

Ik soe der no ûnder sette dat ik wekker skrok, mar ik lit my dizze kear graach ferrasse. Oant safier de rel fan hjoed.

http://stikelstekker.blogspot.nl/2013/06/oer-jins-skaad-hinne-stappe-haha.html

Friese tijger

Voor het eerst van mijn leven was ik, afgelopen vrijdagavond, bij een vergadering van It Frysk Skriuwersboun, het genootschap van Friese schrijvers.

Er was een discussie over de spelling van het Fries, waar de Fryske Akademy - een instituut waar elke acht, negen jaar een directeur wordt weggestuurd - mee aan de haal is gegaan.

Die discussie loopt al eventjes. Hij komt erop neer dat de Fryske Akademy een handige woordenlijst voor het Fries op zou stellen, maar met een complete spellingswijziging kwam. En dat provinciale staten daar eerste instantie mee akkoord gingen, zonder door te hebben wat ze deden. Insprekers waren er niet bij, want noch de Fryske Akademy, noch de provincie was zo wijs, of misschien moet je zeggen: fatsoenlijk, om de schrijvers ervan op de hoogte te stellen dat er aan hun gereedschapskist - de taal - gemorreld wordt.

Van wie is een taal eigenlijk?

Ik ben geen Fries schrijver, maar ik kan me voorstellen dat je daar boos om wordt. Misschien zijn het verstandige spellingsregels, misschien zijn ze volkomen van de pot gerukt. Maar om aan een taal te sleutelen zonder dat te vertellen, dat deugt niet. Van wie is een taal eigenlijk? Van de politiek? Van een onderzoeksinstituut? Of van de meest vooraanstaande gebruikers: de schrijvers?

Op zo'n vergadering verwacht je iets krachtigs. Een sterke uitspraak over wat de bond te doen staat. Hoe breken wij, de paradepaardjes van deze taal, de discussie open? Hoe trekken we dit uit de handen van onnozele politici en ongenaakbare wetenschappers?

In plaats daarvan waren er minilezinkjes over deze spellingswijziging. Er werd maar heel kort gediscussieerd over wat de bond te doen staat (alsnog inspraak eisen bij Akademy en provincie) en gek genoeg werd er vooral gekibbeld over wat het bondsbestuur had moeten doen. Daar heb je nu dus even niks aan.

'Tandeloze tijger', schreef ik in mijn notitieblokje, maar zo'n persoonlijk oordeel kun je in een krantenverslag niet zetten. Bovendien weet ik niet hoe je dat spelt in het Fries.

> asing.walthaus@lc.nl

Staveringsnijs fan de provinsje

TIISDEI 11 JUNY 2013

Ut namme fan de amtlike tsjinst fan de Provinsjale Steaten fan Fryslân lit Harmen Akerboom it folgjende útgean oan leden fan it Steatekomitee en kollega's.

In útnoeging om yn it bûsboekje te setten en mei de efterban te kommunisearjen:

"Hjirby wol ik jo witte litte dat de provinsje op freed 28 juny om 19.30 oere in iepenbiere staveringsjûn organisearret yn it Aljemint by de Fryske Akademy. Neist in taljochting op it beslútfoarmingsproses fan de provinsje en it advys fan de Fryske Akademy, sille ferskillende partijen harren sjenswize hearre litte oangeande dizze staveringsplannen. Der is fansels ek alle romte foar it stellen fan fragen en/of it meitsjen fan opmerkings. Meikoarten folget mear ynformaasje oer it programma."

parseberjocht
Ljouwert, 18 juny 2013

Parseberjocht nei oanlieding fan de diskusjejûn 7 juni 2013

It Skriuwersboun ropt de Provinsje Fryslân op ta in werberied oer it beslút oangeande de staveringsferoaring, de standertwurdlist en de staveringshifker. De útkomst fan de diskusjejûn, hâlden op 7 juny 2013 en organisearre troch it Skriuwersboun, hat ús as bestjoer op dit stânpunt brocht.

Wy steane oan op in inisjatyf fan de Provinsje om mei it fjild fan skriuwers en oare saakkundigen oer dizze matearje ta in breed oerlis te kommen.

Oant de nije staveringshifker hielendal nei it sin ûntwurpen en ymplemintearre is, opteare wy foar in tuskenoplossing. Us útstel is om de nije staveringsmetodyk te fullen mei de âlde wurdlist, of dy fan it Hânwurdboek. Sa kin de staveringshifker daliks brûkt wurde.

It Skriuwersboun hat de Provinsje dit per brief witte litten en ek de Fryske Akademy hjir oer ynformearre.

Op 28 juny sil de Provinsje in algemiene gearkomste oer de staveringskwestje hâlde.

It Skriuwersboun

Dit bericht werd geplaatst in fan de bestjoerstafel op 22/06/2013.

Sssst.... de Akademy stiet faai

Abe de Vries

Mei de publike diskusje oer de útstelde feroaringen yn it Frysk is wat nuvers oan de hân. Der ís gjin publike diskusje. De krityk op in isolearre staveringsferoaring en it idee fan in ferplichtsjende 'standertwurdlist' hat gebrûk makke fan tal fan arguminten. Dy't net werlein wurde troch de taalkundigen fan de Fryske Akademy.

Boppedat hawwe mear as hûndert Friezen út wittenskip, ûnderwiis en kultuer har útsprutsen tsjin de útstellen. In dúdlik sinjaal dat 'it fjild' hielendal gjin ferlet hat fan fersteurde wurdbylden en in keunstmjittige, grize, bloedeleaze taalnoarmearring. In petear mei de foarstanners waard lykwols ûnmooglik makke troch in sprekferbod: de FA hâldt de mûle, yn alle gefallen oant in frijwat ûndúdlik opsette ynformaasjejûn op 28 juny. Ek wer nuver: de datum fan dy jûn is mei de tsjinstanners net oerlein.

De ûnrêst is wol begryplik. Fiif heechleararen diele de krityk dat útstellen wittenskiplik ûnfoldwaande ûnderboud binne en dat in breder draachflakûndersyk noadich west hie. Dat hat sawol de Steaten as de FA yn ferlegenheid brocht. Boppedat spilet de kwesty yn in tiid dat de rol fan de FA as kultureel-wittenskiplik ynstitút op 'e nij besjoen wurde moatte sil. Der komme besunigingen oan. Der binne ferfelende ferskillen fan miening mei ien fan de twa jildsjitters, de Koninklijke Nederlandse Academie van Wetenschappen (KNAW). De oare is de Provinsje.

Beide hawwe belang by stilte, dêrom is it petear oer de taal oan no ta in nochal iensidige bedoening. Mar beide hawwe ek belang by oerlis. De tsjinstân is simpelwei te grut om fuortwuive te kinnen op in hastich beleine ynformaasjejûn. Ek in ekstra troch de FA ynhierde 'eksterne ekspert' sil dêrby net helpe.

No it goede nijs. De oplossing is simpel. Op de ynformaasjejûn kin fêststeld wurde dat isolearre staveringswizingen ûnwinsklik binne, oant der op in letter tydstip yn breder maatskiplik ferbân oer praat is. En ek foar it ûnhillige idee fan in standertwurdlist is der goed nijs. De staveringshifker dêr't it ûnderwiis ferlet fan hat en dêr't de FA oan wurket kin ek hiel goed sûnder dialektseleksje makke wurde.

Bewarje dy standertwurdlist mar foar it Google-translate programmaatsje, it wûnder dat fan it Frysk lang om let in echte taal meitsje sil. Oait op ynternet soks foar it Ingelsk nei it Nederlânsk brûkt? Krekt. Ik gerust mijn zaak.

FrieschDagblad
Donderdag 20 juni 2013

Ook Zwitsers keerden zich tegen spellingseisen

Over het opstellen van een verplichte Friese standaardwoordenlijst woedt momenteel onder intellectuelen, auteurs en politici een debat. In het Zwitserse Graubünden ging het mis met het Reto-Romaans toen de overheid zich ermee ging bemoeien.

In het Zwitserse Graubünden protesteerden ouders toen hun kinderen niet meer hun eigen Reto-Romaans mochten gebruiken op school. Foto: FD

Achtergrond
Henk Wolf

Over de voorgenomen wijziging van de Friese spelling is de afgelopen weken veel geschreven. Een tweede plan van Provinciale Staten is daarbij wat onderbelicht gebleven. Dat is het plan om een heleboel Friese woorden op schrift te verbieden. Wie in de Greidhoeke bij een gemeente werkt of voor de klas staat, hoeft zich niet meer af te vragen hoe hij *romte* schrijft. Hij is voortaan verplicht het Woud-Friese *rûmte* te gebruiken. Ook bij varianten als *se gie/gong/gyng* en *aanst/aansen* wordt een keuze gemaakt. Welke keuze dat precies is, weten we niet, maar 'foar guon lju dy't it dialektferskaat heech ha, sil de iepen doar dêr faaks tichtgean', zoals de Fryske Akademy luchtig constateert.

Nu zijn zulke taalnormen op zich niet vreemd in Europa. Ons werelddeel kent veel succesvolle standaardtalen, met sprekers die zich houden aan door mensen bedachte gebruiksnormen. Die standaardtalen zijn over het algemeen redelijk oud. Tussen de late zestiende en vroege twintigste eeuw groeide het gevoel van nationale eenheid in de Europese staten.

Daar hoorde ook de behoefte aan een nationale taal bij, in eerste instantie omdat de dialectverschillen vaak zo groot waren dat mensen elkaar niet altijd begrepen, later omdat de standaardtaal een belangrijk onderdeel van de nationale identiteit werd. Vele mensen hebben voorstellen gedaan voor taalnormen: sommige zijn door de taalgemeenschap verworpen, andere zijn algemeen geaccepteerd. Overheidsdwang kwam er zelden aan te pas.

Nu spreekt in Europa vrijwel iedereen zo'n standaardtaal en zien we dat daarbinnen weer meer variatie ontstaat. Taalkundige Joop van der Horst beschrijft dat proces in zijn boek met de prikkelende titel *Het einde van de standaardtaal*.

De meeste minderheidstalen (Fries, Welsh, Reto-Romaans enzovoorts) hebben nauwelijks meegedaan aan dat vroege standaardiseringsproces. Dat komt deels doordat zij lange tijd geen ambtelijke talen of nationale symbolen waren. Pas in de negentiende en twintigste eeuw, toen de grote standaardtalen al lang geaccepteerd waren, deden ook sprekers van minderheidstalen voorstellen om hun eigen taal te standaardiseren. Hun standaardtalen laten nog wat meer variatie toe dan die van de grote talen en ze worden ook minder breed geaccepteerd, zeker in geschreven vorm.

Voor het Reto-Romaans in het Zwitserse kanton Graubünden is meer dan eens een voorstel voor standaardisering gedaan. Het laatse voorstel werd in 1982 gedaan door de taalkundige Heinrich Schmid. Hij presenteerde toen het Rumantsch Grischun (Reto-Romaans van Graubünden). Hoewel er ook tegen deze taalnorm verzet bestond, was ze aanvankelijk toch redelijk succesvol; ze werd overgenomen in veel kranten en tijdschriften en op de regionale radio. Ook de overheid van het kanton gebruikt haar, hoofdzakelijk op schrift, maar soms ook in mondelinge contacten. Op scholen leerden leerlingen teksten lezen die geschreven waren volgens de norm van Schmid, maar ook in hun eigen variant van de taal.

Het ging met de norm van Schmid echter mis in 2005. Toen besloot de overheid van Graubünden dat alle schoolboeken voortaan de regels van Schmid moesten volgen. De maatregel lokte veel protest uit. Meer dan vierduizend onderwijzers en zo'n 180 schrijvers stuurden een open brief naar het kantonbestuur met de oproep van de verplichting af te zien. De politiek hield echter vast aan het plan en gaf scholen de keus: of werken met verouderde leerboeken, of de leerlingen verplichten tot het gebruik van de taalnormen van Heinrich Schmid. Ongeveer de helft van de scholen koos de tweede optie.

Tot verbazing van de Zwitserse overheid kwam er een stroom woedende reacties van ouders op gang. Zij accepteerden niet dat hun kinderen niet langer hun eigen Reto-Romaans mochten gebruiken. De protesten waren zo hevig dat veel scholen die aanvankelijk enthousiast de nieuwe leermethoden hadden aangeschaft, besloten het oude materiaal weer uit de kast te halen en het plaatselijke dialect weer toe te staan.

Toch is de bekendheid met de normen van Heinrich Schmid groot. Veel sprekers van het Reto-Romaans hebben moeite met het verstaan van sprekers uit andere dialectgroepen, maar de woorden van het Romantsch Grischun worden dankzij het gebruik in de media goed begrepen. Het bestaan ervan is dan ook geen groot probleem, maar het verplichte karakter stuit wel op weerstand. Het verbod op woorden die volop in de praktijk voorkomen wordt als kunstmatig gezien. Sinds 2005 woedt er een verbeten discussie tussen voor- en tegenstanders, waardoor menige persoonlijke vriendschap is gesneuveld, aldus een woordvoerder van de Reto-Romaanse taalorganisatie Lia Rumantscha.

> Het verbod op woorden die volop in de praktijk voorkomen wordt als kunstmatig gezien

Het ontstaan van standaardtalen is een langdurig proces, dat zonder overheidsdwang verloopt. De meeste succesvolle standaardtalen zijn meegegroeid met het nationaal gevoel van hun sprekers. In de 21e eeuw eisen sprekers ruimte op voor variatie in hun standaardtaal. Overheden zoals die van Graubünden en Fryslân, die in deze eeuw toch proberen nieuwe taalnormen op te leggen, gaan aan die taalsociologische inzichten voorbij. Ze oogsten met hun verplichtingen, ondanks alle goede bedoelingen, alleen maar veel protest en verdeeldheid in de taalgemeenschap.

Henk Wolf is taalkundige en geeft onder andere cursussen Fries aan de NHL Hogeschool

Over de voorgenomen wijziging van de Friese spelling is de afgelopen weken veel geschreven. Een tweede plan van Provinciale Staten is daarbij wat onderbelicht gebleven. Dat is het plan om een heleboel Friese woorden op schrift te verbieden. Wie in de Greidhoeke bij een gemeente werkt of voor de klas staat, hoeft zich niet meer af te vragen hoe hij 'romte' schrijft. Hij is voortaan verplicht het Woud-Friese 'rûmte' te gebruiken. Ook bij varianten als 'se gie/gong/gyng' en 'aanst/aansen' wordt een keuze gemaakt. Welke keuze dat precies is, weten we niet, maar "foar guon lju dy't it dialektferskaat heech ha, sil de iepen doar dêr faaks tichtgean", zoals de Fryske Akademy luchtig constateert.

Nu zijn zulke taalnormen op zich niet vreemd in Europa. Ons werelddeel kent veel succesvolle standaardtalen, met sprekers die zich houden aan door mensen bedachte gebruiksnormen. Die standaardtalen zijn over het algemeen redelijk oud. Tussen de late 16e en de vroege 20e eeuw groeide het gevoel van nationale eenheid in de Europese staten. Daar hoorde ook de behoefte aan een nationale taal bij, in eerste instantie omdat de dialectverschillen vaak zo groot waren dat mensen elkaar niet altijd begrepen, later omdat de standaardtaal een belangrijk onderdeel van de nationale identiteit werd. Vele mensen hebben voorstellen gedaan voor taalnormen: sommige zijn door de taalgemeenschap verworpen, andere zijn algemeen geaccepteerd. Overheidsdwang kwam er zelden aan te pas. Nu spreekt in Europa vrijwel iedereen zo'n standaardtaal en zien we dat daarbinnen weer meer variatie ontstaat. Taalkundige Joop van der Horst beschrijft dat proces in zijn boek met de prikkelende titel *Het einde van de standaardtaal*.

De meeste minderheidstalen (Fries, Welsh, Reto-Romaans enz.) hebben nauwelijks meegedaan aan dat vroege standaardiseringsproces. Dat komt deels doordat zij lange tijd geen ambtelijke talen of nationale symbolen waren. Pas in de 19e en 20e eeuw, toen de grote standaardtalen al lang geaccepteerd waren, deden ook sprekers van minderheidstalen voorstellen om hun eigen taal te standaardiseren. Hun standaardtalen laten nog wat meer variatie toe dan die van de grote talen en ze worden ook minder breed geaccepteerd, zeker in geschreven vorm.

Voor het Reto-Romaans in het Zwitserse kanton Graubünden is meer dan een keer een voorstel voor standaardisering gedaan. Het laatse voorstel werd in 1982 gedaan door de taalkundige Heinrich Schmid. Hij presenteerde toen het *Rumantsch grischun* (Reto-Romaans van Graubünden). Hoewel er ook tegen deze taalnorm verzet bestond, was ze aanvankelijk toch redelijk succesvol; ze werd overgenomen in veel kranten en tijdschriften en op de regionale radio. Ook de overheid van het kanton gebruikt haar, hoofdzakelijk op schrift, maar soms ook in mondelinge contacten. Op scholen leerden leerlingen teksten lezen die geschreven waren volgens de norm van Schmid, maar ook in hun eigen variant van de taal.

Het ging met de norm van Schmid echter mis in 2005. Toen besloot de overheid van Graubünden dat alle schoolboeken voortaan de regels van Schmid moesten volgen. De maatregel lokte veel protest uit. Meer dan vierduizend onderwijzers en zo'n 180 schrijvers stuurden een open brief naar het kantonsbestuur met de oproep van de verplichting af te zien. De politiek hield echter vast aan het plan en gaf scholen de keus: of werken met verouderde leerboeken, of de leerlingen verplichten tot het gebruik van de taalnormen van Heinrich Schmid. Ongeveer de helft van de scholen koos de tweede optie. Tot verbazing van de Zwitserse overheid kwam er een stroom woedende reacties van ouders op gang. Zij accepteerden niet dat hun kinderen niet langer hun eigen Reto-Romaans mochten gebruiken. De protesten waren zo hevig dat veel scholen die aanvankelijk enthousiast de nieuwe leermethoden hadden aangeschaft, besloten het oude materiaal weer uit de kast te halen en het plaatselijke dialect weer toe te staan.

Toch is de bekendheid met de normen van Heinrich Schmid groot. Veel sprekers van het Reto-Romaans hebben moeite met het verstaan van sprekers uit andere dialectgroepen, maar de woorden van het Rumantsch Grischun worden dankzij het gebruik in de media goed begrepen. Het bestaan ervan is dan ook geen groot probleem, maar het verplichte karakter stuit wel op weerstand. Het verbod op woorden die volop in de praktijk voorkomen wordt als kunstmatig gezien. Sinds 2005 woedt er een verbeten discussie tussen voor- en tegenstanders, waardoor menige persoonlijke vriendschap is gesneuveld, aldus een woordvoerder van de Reto-Romaanse taalorganisatie Lia Rumantscha.

Het ontstaan van standaardtalen is een langdurig proces, dat zonder overheidsdwang verloopt. De meeste succesvolle standaardtalen zijn meegegroeid met het nationaal gevoel van hun sprekers. In de 21e eeuw eisen sprekers ruimte op voor variatie in hun standaardtaal. Overheden zoals die van Graubünden en Friesland, die in deze eeuw toch proberen nieuwe taalnormen op te leggen, gaan aan die taalsociologische inzichten voorbij. Ze oogsten met hun verplichtingen, ondanks alle goede bedoelingen, alleen maar veel protest en verdeeldheid in de taalgemeenschap.

28-06-13 Iepenbiere jûn oer stavering en standertwurdlist

Op freed 28 juny organisearret de provinsje Fryslân yn 'e mande mei de Fryske Akademy in iepenbiere jûn oer stavering en de standertwurdlist Frysk. De oanlieding hjirfoar is it beslút fan Provinsjale Steaten op 24 april l.l. oer it advys fan de Fryske Akademy en de diskusje dy't dit beslút dêrnei oproppen hat.

Op dizze jûn sil de provinsje in taljochting jaan oangeande it beslútfoarmingsproses. De Fryske Akademy ljochtet har advys ta en de groep fan saakkundigen dy't in oprop oan Provinsjale Steaten skreaun hat, jout har fisy op de plannen. Nei dizze taljochtingen sil der ûnder lieding fan Gerard van der Veer yn in foarumdiskusje neier yngien wurde op de staveringskwestje en op funksje en nut fan in standertwurdlist. Foarumdielnimmers binne Anne Dykstra (Fryske Akademy), Henk Wolf (dosint taalkunde en Frysk), Koen Eekma (Afûk) en Goffe Jensma (heechlearaar Fryske Taal- en Letterkunde). Hjirby is ek romte foar fragen fan en diskusje mei minsken út de seal.

Elkenien is fan herte wolkom om dizze jûn by te wenjen.

Plak: Kongres- en stúdzjesintrum It Aljemint fan de Fryske Akademy. Doelestrjitte 8, Ljouwert.

Tiid: Ynrin 19.00 oere Iepening 19.30 oere Presintaasjes 19.35 – 20.20 oere Skoft 20.20 – 20.45 oere Foarumdiskusje 20.45 – 21.45 oere Sluten troch deputearre Jannewietske de Vries. Nei ôfrin: hapke en drankje

Wy wolle jo y.f.m. de katering freegje jo op te jaan fia staveringsjun@fryslan.nl (sûnder dakjes).

It giet oan
Posted on 22 juny 2013 by Daam

Dus, it sil oangean: it grutte petear oer it mooglik net sa tûke beslút fan PS oer de stavering. Fan provinsjewege sille de prosedueres taljochte wurde en dat is moai foar de ynterresearren. De Fryske Akademy sil it fan har útbrochte advys taljochtsje. Soks leit yn de reden. In groep dy't it net mei dat advys iens is mei har sechje ek dwaan. Prima! It is allegearre wat oan de lette kant, mar toemar.

Dan sil der in foarumdiskusje komme. Dat kin. Sa'n foarum moatte ek leden yn. Jerne soe ik witte wolle wa't dy útsocht hat mar dat wurd ik nearne gewaar. Anne Dykstra sit der yn, dat is logysk. Goffe Jensma en Henk Wolf sitte der ek yn, dat hat syn reden ek. It binne wol alle trije dûblueres fan de earste alinea as ik sa frij wêze mei om dat op te merken.

Mar dan de fjirde man, Koen Eekma. Wat moat dy dêr by? Is dy saakkundich of sa? Is it in man út de praktyk, út it fjild? Of is it dy man dy't yn ien fan de lêste personielsgearkomsten dy't ik by de Afûk meimakke ha oer de provinsje sei: 'Se kinne net sa maklik mear om ús hinne'?

Om koart te gean: ja, dy man is it. It is de man dy't de polityk bestookt mei beliedsplannen mei de meast optimistyske-lês:ûnrealistyske plannen en siferboel. As de polityk syn húswurk dwaan soe dan koene se sjen dat dy gûchelderij sawat mar noch krekt net omkeard evenredich is oan de produktferslaggen dy't hjir en dêr noch wol online omtoarkje.

Mei ik de polityk der op wize dat it de man is fan de finaal mislearre projekten Sitedev (letter Infoboard), FRSK, Boeken fan Fryslân, Fryslân Ferbynt en mooglik noch in stikmannich dêr't stik foar stik bedraggen mei anneks binne fan mear as fiif sifers foar de komma?

En dy man moat aanst yn dat foarum fannijs oanjaan dat Hollanners o sa'n muoite ha mei it feit dat guon wurden yn it Frysk op mear as ien wize stavere wurde kinne? Sadat de polityk wer trochkrantsje kin dat de Hollanners o sa fan goede wil binne mar wy it harren net ûnmooglik meitsje moatte?

Dat binne falske arguminten. Want Koen Eekma wit donderske goed dat de trochstream fan kursisten dy't harren it Frysk praten eigen makke ha nei it skriuwen learen neat om de hakken hat.

Ja, wit Koen Eekma dat? Soks is te betwifeljen want Koen Eekma wit net dat ik noch altyd ynlogge kin op al wer sa'n jildslinend projekt fan him: Edufrysk. Dat Koen Eekma hat der hielendal gjin sicht op hoe't it lân der hinne leit.

Mar de polityk toffelet mar wat efter him oan want de man produsearret prachtige sifers en soks bylket moai.

Underwilens giet it losweakjen fan de saneamde 'profesjonals' fan it fjild mar troch. It wurdt in eigen wrâldsje sûnder sollisitaasjeprosedueres en it út 'e wei romjen fan lju dy't har net oansteane.

Wêrom sitte der yn dat foarum net guon as (ik neam mar in pear, de list kin folle langer makke wurde) Eppie Dam, Ferdinand de Jong, Wilco Berga? Gewoan lju dy't mei beide skonken yn de wrâld steane. It binne njonken it ûnderwizend laach noch wol altyd de skriuwers dy't foar taaloerdracht soargje moatte.

Faaks komt der dan hjir en dêr wat mear emoasje by. Dat is dan sa. It soe der in stik realistysker fan wurde. En minder kostje.

Geart Tigchelaar

Beswieren tsjin de beswieren

Op myn stik Kom mar op mei dy standert! dat 3 juny 2013 op ensafh.nl publisearre is, is wakker reagearre. Benammen myn âld-dosint Pieter Breuker hat fan him hearre litten mei in moai tal arguminten. It binne deselde arguminten as yn it opstel fan in pear foaroansteande frisisten mei mear as hûndert ûndertekeners, dat ek op ensafh.nl publisearre is (5 juny), mei de titel Oprop oan Provinsjale Steaten, oer staveringsferoaringen en standerdisearring. Hja bringe dêryn in stikmannich beswieren tsjin sawol de stavering as de standerdisearring op it rabat. Yn ûndersteande tekst wol ik al dy beswieren bydel rinne en dêr op yngean of der sels yn meigean, mar dan wol mei kanttekenings derby.

Beswieren tsjin de beswieren tsjin de stavering

De opstellers fan 'e petysje skriuwe dat der in soad tsjin de foarstelde staveringsferoaring yn te bringen is, mar dat hja harren beheine ta fjouwer haadbeswieren. No moat ik hjir yn alle earlikheid sizze dat de staveringsferoarings myn grutste soarch net iens binne. Soe dêr net wat oan feroarje, dan hindere my dat it measte net. Mar nettsjinsteande dat wol ik al op de beswieren fan de opstellers yngean, al wie it allinnich mar foar de folsleinens.
It earste beswier fan de petysjeskriuwers is dat der gjin winsk ta feroaring is by de deistige brûkers fan it Frysk en dat in feroaring allinnich mar ûnrêst jout yn it ûnderwiis, dat no krekt ferlet hat fan rêst. Dat liket my in ferkearde ynskatting. It ûnderwiis feroaret altyd, hjoed-de-dei net folle mear as foarhinne. Dat jildt likegoed foar it ûnderwiis yn it Frysk. Dosinten en learkrêften moatte harsels altyd byspikerje om by te bliuwen. Lykas ik ek al earder útholden haw, sil in staveringsferoaring de stavering ferienfâldigje, dus dêr soe it ûnderwiis allinnich mar grut belang by hawwe en it kin dêr net tsjin wêze.
In (terjocht) punt fan krityk op it stik Kom mar op mei dy standert! wie dat ik tefolle útgie fan studinten dy't it Frysk noch leare moasten en dus net wend wienen oan it besteande Fryske wurdbyld. Benammen foar minsken dy't it Frysk al machtich binne, is it in omskeakeling. It is sa dat ôfwennen fan eat ornaris dreger is as it oanwennen. Dêr bin ik it dan ek iens mei de opponinten. Lykwols bin ik fan betinken dat soks gjin halssaak is en dat ek de Frysk-skriuwer dêr gau oan wenne sil. It sil syn tiid efkes hawwe, mar mei't de staveringsferoarings net sa'n oeribelen soad binne, haw ik dêr wol fertrouwen yn. Boppedat leit de takomst foar it fuortbestean fan it skriuwen yn it Frysk foar in grut part by nije oanwaaks en dêr soe ús soarch (ek) nei útgean moatte.
It tredde beswier fan de petysjeskriuwers is dat it útstel net altyd konsistint is en dan bin ik it folslein mei de 'tsjinstanners' iens. Soks soe al moatte. It foarbyld fan 'kolbert' en 'synonym' haw ik dêr earder by oanhelle. Sokke bonkjes soenen der sadwaande noch úthelle wurde moatte. Dat it 'ik droech' is, mar wol 'ik haw drûgen' slacht as in tange op in baarch en dat moat oars. Dêrom ek myn oprop dat de Akademy-mannen dêr nochris goed nei sjogge.
As lêste beswier by de staveringsfoarstellen neame hja harren twivel oan it teoretyske tinkramt fan de taalkundigen by harren stribjen nei in 'better learbere stavering'. Minsken leare in stavering net allinnich analytysk oan, mar dogge dat ek lêzendewei. Dat is ek mar in hiel betreklik argumint. Wannear't der boeken (learmiddels, fiksje) yn de nije stavering útkomme soenen, soe elk dat nije wurdbyld al gau yn him opnimme. Oft it no Frysk-skriuwers binne of Frysk-learders. It is in kwestje fan tiid dy't oer te sjen is.

De opstellers hawwe lykwols ek (grutte) beswieren tsjin de taalstanderdisearring, dêr't ik hjirûnder op yngean sil.

Beswieren tsjin de beswieren tsjin de standerdisearring

De stavering is myn grutste soarch net, mar de standerdisearring. It is fuortdaliks ek it meast prekêre en lestichste punt om in oplossing foar te finen. No't de diskusje dochs oanfjurre is, soe ik sizze, dat wy dêr wat mei moatte. Dan soe ik my graach konformistysk opstelle wolle om in soarte fan gouden middenwei te finen, omdat de opstellers mei guon beswieren hiele wêzentlike saken oansnije. Wy moatte ús dêr oan 'e oare kant lykwols net troch ôfskrikke litte om it dan mar gewurde te litten.
De opstellers fan 'e petysje wolle sjen nei de funksje en de foarm fan it Frysk. It Frysk is sa't wy allegearre witte almeast noch in sprutsen taal. Der soe mar 5 oant 10 persint wêze fan de Fryske befolking dy't it Frysk goed skriuwe kinne soe. Dat soe foar my noch in argumint wêze dat de staveringsferoarings foar nije learders swierder wage as dy fan de hjoeddeiske Frysk-skriuwers, om't dat mar in (hiel) lyts part is. Hawar, in 'opleine' standert (foar oerheidspersoniel, ynklusyf it ûnderwiis) soe oan it Frysk fuortdaliks net in soad feroarje, mei't de gewoane Fryske boarger grif trochgean sil mei it praten fan dialektfoarms, sa't er dat syn hiele libben al wend is. De opstellers wize dialektseleksje ôf, mei't dat de útkomst wêze soe fan earder ûndersyk. Wêr binne de bewizen dat de lju yn grutte mearheid dialektseleksje foar it skriftlik brûken yn de amtnerij en it ûnderwiis net tastean wolle? Gjin noat of ferwizing befêstiget dy bewearing.
It earste argumint is dat der amper taalkundige ferskillen binne tusken de Fryske dialekten. En dat der sadwaande gjin oanlieding ta misbegryp is. My tinkt dat dy fêststelling no krekt fóár dialektseleksje pleitet. Om't der gjin betizing ûntstean kin, kin men dus maklik op skrift ien foarm as standertfoarm kieze, om't dy net fier ôfstean sil fan de fariant fan in oare brûker fan it Frysk. It is foar my ûnbegryplik dat soks as beswier oanfierd wurde kin.
Harren ponearre twadde punt sit folle mear byt oan. As men ta wol op in standert, hokker dialektfariant soe men dan foar kar nimme moatte om wat regaad te meitsjen yn de besteande 'gaos' yn learmiddels en oare teksten? Want dat is de besteande situaasje. Dêrom moat der krekt standerdisearre wurde. Dat de FA mei de opdracht fan de provinsje net oarder en regel skeppe soe, mar gaos kreëarje en dat de kwetsbere Fryske taalmienskip soks net drage kinne soe, binne fierste grutte wurden foar in saneamd 'saaklik argumint' sa't Pieter Breuker yn syn reaksje (fan 4 juny) stelt. Soks is net wier te meitsjen. It skeppen fan oarder yn de besteande disoarder is op it wurdboekmêd fansels al in aardich skoft oan 'e gong. It Frysk Hânwurdboek jout eins al hieltyd in foarkarsfoarm mei mooglike farianten. De Afûk as ûnderwiisynstitút hantearret ek al langer in foarkarsfoarm of slút foarms út (net 'ûntwikkkelt', mar 'ûntwikkelet'; net 'at', mar 'oft of 'as', ensfh.). It kiezen út farianten is al langer wizânsje en dêrmei sil de akseptaasje ek makliker ferrinne.
It tredde argumint fan de opstellers slút dêrby oan. Se tinke dat der net in dialekt is dêr't de sprekkers fan op in sosjaal hegere trime steane as de oare. De fraach is oft dat wier is. En as it wier wie, dan soe men op dy wize op skrift de sosjaal legere (of hegere) dialektsprekkers net in standertfoarm foarhâlde en leare litte meie? Wat hawwe al de lannen en regio's om ús hinne dan ferkearde dingen dien. Se hienen dus net standerdisearje meien, want dan wienen se winliken sosjaal oan it diskriminearjen. Soe it allinnich by ús oars wêze moatte? It standerdisearringsproses is by ús ek al oan de gong en de oerheid kin dat (mei) stjoere. Moat dat sels (mei)stjoere, oars bliuwt it in tizeboel yn bygelyks it ûnderwiis (lês- en learboeken en oare helpmiddels). De maatskiplike druk ta standerdisearring nimt ta en soks hat al laat ta mear ienheid fan taalgebrûk yn it rjochtsdomein (bygelyks in Juridysk Wurdboek). Dat is yn it bestjoers- en ûnderwiisdomein net oars. Oerheidsteksten (wetten, oarderings, rapporten, noata's en brieven) en learmateriaal (ynklusyf toetsen en eksamens) freegje om in beskate ienheid yn taalgebrûk, dus om in standert. Jan Schotanus syn Te Gast (april 2011) en syn fersyk om in Grien Boekje, komt net út 'e loft fallen. En net ien komt dêrmei op in legere of hegere sosjale trime te stean.
It fjirde argumint liket my ek net sterk. Alle besteande teksten yn it Frysk soenen ynienen net mear 'goed' wêze, boeken, lesmateriaal, wurdboeken ensafuorthinne soenen allegearre fernijd wurde moatte. En dat soe betsjutte dat it in bulte jild kostje soe om dat te feroarjen. It liket my

net wierskynlik dat alle teksten ynienen ûnbegryplik en ûnlêsber wurden binne. De measte lju sil it sels amper opfalle. Alle feroarings (of fernijings) kostje wat tiid en grif ek jild. Dat is foar dizze saak ek it gefal. Soks falt goed te stjoeren en hoecht gjin reden te wêzen om gjin wizigings troch te fieren. Dêrom pleitsje ik der nei de Provinsjale Steaten ta ek foar om net allinnich in standert yn te fieren, mar ek te ynvestearjen yn it ûnderwiis. It iene kin perfoarst net sûnder it oare! Op dy wize stelle wy it Frysk feilich foar de takomst en om it net fierder fertutearzje te litten.
Dat hat ek wer ferbining mei it fyfde argumint. Troch in Standertwurdlist soenen de taalbrûkers ferfrjemdzje fan 'har eigen, ieuwenâlde, goefryske foarmen'. Sa soe 'romte' net goed wêze en 'rûmte' al. Lykas ik earder skreaun haw, sjoch ik net fuortdaliks yn dat de Frysk-prater ynienen de foarm 'rûmte' brûke sil, wylst er wend is 'romte' te brûken, sadree't er dat foar it earst op skrift stean sjocht. Hy sil grif syn eigen foarm behâlde. Syn fariant bliuwt 'Frysk' al soe it dan gjin Standertfrysk mear wêze. Faaks seit de learkrêft yn de klasse noch 'romte', omdat er dat sa wend is, wylst op skrift de standertfariant brûkt wurdt. Alle mooglike farianten (dûbletten, tripletten, kwadripletten, ensafuorthinne) njonken- en trochinoar is yn de learmiddels of oare 'offisjele' teksten gjin oplossing, mar feroarsaket it probleem. Lykas oeral yn de wrâld as men in taal offisjeel en mear/faker brûke wol.
It lêste argumint dat hja oanhelje is in didaktysken-ien. Elke Frysktalige soe eigen wurden ôfleare moatte en ûneigene oanleare. Wat 'ûneigen' is, is yn it Frysk lykwols hiel betreklik. In Frysktalige soe yndied ynterferinsjes ôfleare moatte en yndied standertfoarms oanleare. Neat mis mei. 'Frjemd' kin boppedat 'eigen' wurde en wurdt dat ek by elke taal en elke foarm dy't men (derby) leart. Jins taal (talen) is (binne) gjin statysk besit, net yn beton getten, mar wurdt ûntwikkele (fan jong ta âld) en 'ferrike' en 'útwreide' as it goed is. En dan moat men dus (ek) tige ynsette op it ûnderwiis. Net standerdisearje is net realistysk as men pretinsjes hat mei it Frysk. Wy moatte 'Grinzen oer' om ris te ferwizen nei de nijste provinsjale taal- en ûnderwiisnoata. Dy jout de marsrûte oan foar ûnderskate domeinen, ek it ûnderwiis. En dy rûte freget ek om in taalstandert. Dêr is gjin ferwin op. Myn opponinten lykje dat paad net gean te wollen. Deputearre en Provinsjale Steaten al. Ik ek. It argumint dat wat altyd sa wie ek goed is, is ôfwaaid praat. Meitsje fan it Frysk mar in serieuze taal mei in gruttere status en mear taalmacht. Haw mar pretinsjes en ambysjes. Gean dêrby mar oer de dialektgrinzen hinne en stiigje dêrboppe út. Op dat punt wol ik hjirûnder noch wat wiidweidiger yngean.

Fryske taal boppe de dialekten út

Boppe haw ik benammen besocht om de arguminten fan myn opponinten te wjerlizzen. Hjirûnder yn it koart noch in soarte fan ferantwurding wêrom't it fan belang is dat der (ek) in goed omskreaune standert foar it Frysk komt.
It is net slim om te begripen dat it oanlearen fan ien standertfoarm better te learen is as in rige fan dûbletten, tripletten, kwadripletten of noch slimmer ('foarms/foarmen'; 'earms/earmen'/ 'hyltyd/hieltyd/hieltiid/hieltiten/hieltiden/hyltiten'; 'allerhanne/allerhande/alderhanne/alderhande'; 'guon/guods/guont/guodden/guonnen';). Om sljocht fan te wurden. Minsken dy't in taal leare, hawwe ferlet fan helderheid en dúdlikens. Dat is universeel en jildt dus ek yn Fryslân. Dat Frysk-skriuwers en -praters dêrfoar (guon) foarmen/foarms ôfleare moatte en oare foarmen/foarms oanleare moatte, sil stadich gean. As men 'hiel' skriuwt en men seit 'heel', wat grif no al in protte bart, dan sil net ien dat in soad útmeitsje. Wol is it dúdlik wat men skriuwt. Dat sil ek it gefal wêze by 'romte' en 'rûmte'. Foar de skriuwtaal ien foarm, wat men dêropfolgjend seit, is oan elk sels.
De Fryske taal soe oan prestiizje of status winne wannear't wy einlings ris ienriedigens hawwe soene oer de skriuwwize. Hjoed-de-dei is it noch hieltyd in diskusje en elk skriuwt mar sa't er it sels it leafste hat. Soe der in standert komme, in soarte fan ABF, dan stiet de taal folle sterker. Benammen ek tsjin Hollânske ynfloeden. No wurde der noch tefolle foarmen 'goedkard' (mei hokfoar rjocht?), dêr't wy ek wol in goed Frysk wurd foar hawwe ('welke/hokfoar'; 'sleutel/kaai'; 'noait/nea'; 'oast/east'; 'ympakt/ynfloed'). Wannear't de standert as ûnderwiiskundich ynstrumint ynset wurdt, kinne wy hollânismen en anglisismen better

bestride. Dan hat it ûnderwiis yn it Frysk, dat op hieltyd mear skoallen fan oerheidswege mear en better jûn wurde moat, in (autorisearre) ynstrumint yn hannen, kin de tiid better en effektiver brûkt wurde. Standert en goed ûnderwiis, moatst dan ris sjen wêr't wy oer tsien jier binne! Lit mar komme dus.

pjotr on **24 juny 2013 at 17:12** sei:

Hoi Geart,

Dat hast kreas op papier set. Do joust hiel dúdlik oan wat der al jierren geande is, mar mei de rem derop, en do stelst dat dat in tekoart oan ambysje is. Hiel konfrontearjend nei de opposanten ta. De wei dy'tsto oanjoust is de goeie. It konservatisme te uzes is taai, mar ik ha goeie hoop dat dat dizze kear de slacht ferliest.

Piter Boersma

Cornelis van der Wal on **24 juny 2013 at 17:23** sei:

Geart skriuwt: 'Wannear't der boeken (learmiddels, fiksje) yn de nije stavering útkomme soenen, soe elk dat nije wurdbyld al gau yn him opnimme.'
Der binne lykwols mear 'âlde' boeken as 'nije', en dat sil noch wol in moai skoft sa bliuwe. Dat dy slach hawwe de 'nijljochters' al ferlern.

Henk on **24 juny 2013 at 23:10** sei:

Wolter, ik tink datst no in karaktermoard begiest op de groep 'konservativen', sa'tst ús neamst. It lêste wat wy wolle is "fan it Frysk in taalmonumint meitsje". Safolle beswier ha wy der net tsjin dat der in foarkarsstavering útsocht wurdt foar 'hieltyd'. Dy is der trouwens al, dat is 'hieltyd'. Yn gefallen lykas 'Italiaansk/Italjaansk', 'kiuw/kieu' mei der om ús ek bêst in foarkarsfoarm oanwiisd wurde.

Us beswier rjochtet him der dan ek net sa lyk tsjin dat de oerheid fertelt hoe't wy wurden skriuwe moatte as wol tsjin dat de oerheid fertelt hokker wurden oft wy skriuwe meie. 'Aanst' en 'aansen' binne beide goed Frysk. 'Ik gie' en 'ik gong' ek. 'Sneon' en 'saterdei' idem. 'Romte' en 'rûmte' itselde ferhaal. Wy wolle net dat de oerheid by elk fan dy pearen samar ien wurd ferbiedt. Om dyn eigen wurden te brûken: "Dat is yn gjin ien taal sa" – der is hast gjin oerheid dy't taalgebrûksnoarmen foarskriuwt en de Fryske soe dy ferneamde Fryske frijheid ek op dit stik fan saken yn eare hâlde moatte.

Wolter on **24 juny 2013 at 21:41** sei:

Geart neamd hjir aardich wat goede punten. Ek de konservativen dy't no tsjin de standertwurdlist binne witte wol dat ien dúdlike foarm fan it wurdsje 'hieltyd' folle mear dúdlikens jout as sân of acht ferskillende foarmen dêrfan. Boppedat soe ik it bêst fine as de Fryske Akademy no even niks docht mei de fisy fan sommige frisisten dy't fan it Frysk in taalmonumint meitsje wolle omdat alles behâlden bliuwe moat yn 'e skriuwtaal. Frisisten fan dat type fine my mooglik dan mar simpel, mar miskien wurket dat krekt wol oarsom. It is simpel om te tinken dat de skriuwtaal gelyk wêze moat oan de sprektaal. Dat is yn gjin ien taal sa, sels no al net yn it Frysk. It akseptearjen fan de sms-taal, skriuwtaal, skriuwen fan omgongstaal, ensafh. is de takomst. Hypoteekakten sille de kommende hûndert jier echt noch net yn sms-taal fêstlein wurde, dus wen der mar oan dat wy by it skriuwen fan ús eigen Frysk tinke moatte yn ferskillende diminsjes. En lit ús alle diminsjes dan fuort ek mar optimalisearje. ☺

Do skriuwst: "It is simpel om te tinken dat de skriuwtaal gelyk wêze moat oan de sprektaal." Dat mei sa wêze, mar asto tinkst dat ús stânpunt is dat skriuwtaal en sprektaal gelyk wêze moatte, dan hast ús net goed begrepen. Skriuwtaal en sprektaal binne dúdlik ferskillend yn it Frysk. Elk hat syn eigen dynamyk, elk ûntwikkelet him op syn eigen manier. De skriuwtaal hat in soad konvinsjes dy't der yn de rin fan ieuwen yn sliten binne troch de foarbylden fan skriuwers, ûnderwizers, bewegers, wurdboekmakkers, lesboekskriuwers en noch folle mear oare minsken.

Dat feroaret ek net. Dy skriuwtaal hâldt syn eigen dynamyk. De kearn fan ús ferset is dat de provinsjale oerheid de Fryske Akademy in nije skriuwtaal betinke lit. Ien dy't yn gjin boek, yn gjin tydskrift en op gjin website foarkomt. Dy keunstmjittige taal moatte ûnderwiisminsken de bern aanst oanleare, wylst berneboekeskriuwers gewoan de besteande skriuwtaalgebrûken hantearje. Amtners moatte dy keunstmjittige skriuwtaal brûke om te kommunisearjen mei boargers dy't it "gewoane skriuwtaal-Frysk" brûke.

André Looijenga on **25 juny 2013 at 00:30** sei:

De reaksje fan Wolter op it essay fan Geart is spitigernôch ûnynformearre desynformaasje. Goed dat Henk niis de diskusje daliks wer werombrocht hat op de kwestje wêr't Geart en de ûnderskriuwers fan de Oprop oan Provinsjale Steaten écht oer fan miening ferskille.

De kearn dêrfan kin faaks yn ien sin gearfette wurde:

"Us beswier rjochtet him der dan ek net sa lyk tsjin dat de oerheid fertelt hoe't wy wurden skriuwe moatte as wol tsjin dat de oerheid fertelt hokker wurden oft wy skriuwe meie."

Neffens ús hat it Frysk gjin ferlet fan in fan boppe-ôf opleine taalnoarm dy't bot yngrypt yn fariaasjes bínnen wat wy op dit stuit as ús (brede) skreaune standert brûke. It moat net oan in oerheid wêze om út te meitsjen oft yn offisjeel Frysk tenei óf "hieltyd" óf "hieltiten" noarm wurdt, en oft fan de sa noflik neist inoar besteande foarmen "do gyngst", "do gongst", "do giest" en "do giedest" tenei noch mar ien écht op papier besjen lije mei. Sa'n foarm fan skriuwtalige selsbeheining is in "marsrûte" (Geart syn wurden…), dêr't ik sels leaver net op mei marsjearje.

It gûng him yn it foarst om de standerdisearring, en Geart like even in wat mear nuansearre stânpunt te hawwen oer de driigjende staveringsferoaring, mar hy giet der net op yn oft der wis in needsaak is om de skriuwwize fan in stik as wat basale Fryske wurden om te goaien. It feroarjen fan de stavering fan "ieu", fan "droech", fan "útnoeging", "útnoegje" en "spoek" is winliken sa'n detail dat it ynfieren derfan de Frysklearder nóch minder tiidswinst opleveret as de Sintrale As. De útstelde nije stavering fan útlânske wurden is like beroerd as de besteande stavering. At fan sa'n pear knoffelige nije ortografyske útsûnderinkjes de rêding fan it Frysk fan ôfhingje moatte soe…

(Wat fierders de stavering fan frjemde wurden yn it Frysk oanbelanget, soe ik — mar dat is op persoanlike titel — útstelle wolle: jou heechút in pear fûstregels oan en lit de skriuwende Friezen oan de hân dêrfan oer sels keazen paadsjes kuierje. At jo no "kolbert" skriuwe wolle, of "kolbêr", of "colbert", — of grif it idiomatysk grif sûnere "jaske"–: salang't jo besykje séls konsekwint te wêzen sille jo lêzers jo skriuwsels kwa tekstfersoarging sûnder pine oan 'e eagen lêze.)

Henk on **25 juny 2013 at 00:34** sei:

Jo reaksje moat earst noch goedkard wurde en sil dan sa gau mooglik pleatst wurde. Tank foar jo geduld.

Geart, ik bin bliid mei dyn saaklik stik. Do setst dyn arguminten moai op in rychje en joust elk gelegenheid om de diskusje mei dy oan te gean.

Dyn 'beswier tsjin it beswier' (tenei "btib") is: it ûnderwiis kin gjin beswier tsjin de fernijing ha, om't dy in ferienfâldiging is. Dat is in non sequitur. It ûnderwiis is net bedoeld om alles sa simpel mooglik te meitsjen, mar om minsken ta te rieden om de maatskippij. En dy maatskippij hantearret bepaalde (staverings)noarmen. Hoe't de mieningen ferdield binne yn ûnderwiislân witte wy beide net, dat aardich wat minsken ús protest stypje, witte wy wol.

Dyn twadde btib is: it wurdbyld wurdt yndied oantaast, mar dat is net slim, om't de ferskillen lyts binne. Dat is net sa. In staveringswiziging feroarsaket ûnwissichheid, ek by wurden dy't net fan skriuwwize feroarje. Boppedat is der in rûfeltsje tige frekwinte wurden dy't oars skreaun wurde. Dy meitsje in tekst al fluch datearre. Tink oan 'droech' en 'ieu'. Foar it ûnderwiis binne teksten mei dy wurden deryn al net mear te brûken, mei de nagelnije Frysktalige skiednismetoade Memo as treurichste foarbyld.

By itselde btib seist noch dat de takomst fan it Frysk by nije oanwaaks leit. Do ferjitst dat dy nije oanwaaks leart út teksten dy't no foarhannen binne. Dy binne allegear yn de besteande stavering skreaun. Seist fierders – en dêr binne wy it folslein oer iens – dat de wizigingsfoarstellen min trochtocht binne, mei it "ik haw drûgen" as dúdlik foarbyld. It is sichtber hastwurk en dat kin net by in beslút dat it wurk en priveelibben fan sa'n soad minsken yngeand beynfloedet.

It lêste staverings-btib giet oer de beskikberens fan materiaal yn de nije stavering. Cor seit hjirboppe al terjochte dat alle boeken no noch yn de besteande stavering binne. En dat bliuwt ek noch in skoft sa. Sjoch mar ris by ús yn de mediateek wat dêr oan berneboeken stiet. Dêr leare ús pabo-studinten it wurdbyld út. Dat binne boeken fan 1980 oant 2013. Dat binne trije desennia oan boeken dy't aanst datearre binne. It duorret wer sa'n perioade ear't wy wer in mediateek fol hawwe. Yn dy tritich jier hâldst staveringsbetizing, alheel mei in taal dy't in beheind skriftlik gebrûk hat.

Dan nei dyn btib's oangeande de standerdisearring. Fansels, in grutte enkête oer de noarmfoarkarren fan Friezen hat der net west. Pieter hat lykwols foar syn promoasjeûndersyk sjoen nei it taalgebrûk fan skriuwende Friezen. Dy nimme mear romte foar har eigen dialekt as de wurdboekmakkers graach wolle. Wy kinne it ek omdraaie: wa seit dat minsken yn it

ûnderwiis en yn de amtnerij dy frijheid ynleverje wolle?

Do skriuwst: “It earste argumint is dat der amper taalkundige ferskillen binne tusken de Fryske dialekten. En dat der sadwaande gjin oanlieding ta misbegryp is. My tinkt dat dy fêststelling no krekt fóár dialektseleksje pleitet.” Dêr mist de kearn fan de saak mei. Begryplikens is yn it Frysk net in reden om te standerdisearjen, oars as bygelyks yn it Reto-Romaansk, dêr’t de dialektferskillen folle grutter binne. As de fersteanberheid net yn ‘e knipe komt, wat reden is der dan om beskate foarmen te ferbieden?

By dyn twadde en tredde btib seist dat der al in standerdisaasje op gong is. Dat is sa. Do lûkst dan lykwols de konklúzje dat de oerheid yn dat proses stjoere moat. Ik begryp net wêr’t dy konklúzje op basearre is. Taalnoarm is sosjale noarm, sa’t trije tuten by it begroetsjen dat binne, sa’t it jookjen fan frjemden dat is, sa’t it wachtsjen op útstappers by de trein dat oait wie. De mienskip makket sokke noarmen sels, yn in tige komplekse sosjale útwikseling. Se wurde net troch in oerheid oplein.

Jan Schotanus is helendal net wiis mei de standerdisaasjeplannen. Hy woe mear ienheid yn de stavering, mar de ferplichte taalnoarm is him ek tsjin it krop. Hy hat de betinkers fan de plannen sels warskôge foar maatskiplike ûnrêst as se se trochsette. Terjochte, sa hat bliken dien.

Btib fjouwer: do tinkst dat de nije standert amper opfalle sil. Ferjitst dat minsken him oanleare moatte. Net ien kin neffens dy noarm skriuwe. Ik wol it ek net, mar de oerheid kin my as dat moat twinge.

Btib fiif: do seist dat it trochinoar brûken fan ferskate dialekten in probleem is. Dat probleem sjoch ik net. Ik bin wol bliid dat ik gewoan “heel” en “romte” skriuwe kin, mar dat ik “hiel” en “rûmte” yn teksten fan Wâld-Fryske studinten gewoan stean litte kin. Wat is it probleem neffens dy?

Btib seis: do skriuwst dat it Skriuwtaalfrysk sa ûneigen is dat minsken likegoed in oar Skriuwtaalfrysk oanleare kin. Foar elk dy’t geregeld in Frysk boek of tydskrift lêst is dat net sa. Al dy skriuwers, dosinten, teatermakkers, dragers fan de Fryske hochkultur, dy fiele har thús yn de besteande Fryske skriuwtaal.

Dan skriuwst: “Net standerdisearje is net realistysk as men pretinsjes hat mei it Frysk.” Dat begryp ik op twa manieren net. Wêrom slachsto “standerdisearje” lyk mei “in standert oplizze mei oerheidstwang”? En wat binne dat foar “pretinsjes” dy’t net standerdisearje ûnrealistyks meitsje soenen?

Dan skriuwst: “Meitsje fan it Frysk mar in serieuze taal

mei in gruttere status en mear taalmacht." Dêrmei wolsto tink sizze "Meitsje fan it Frysk mar in taal mei in nauwere, ferplichte standert, dan wurdt it Frysk in serieuzere taal mei in gruttere status en mear taalmacht." De tinkstappen dêryn ûntgeane my. Wat wurdt der better oan de "serieuzichheid", "status" en "taalmacht" fan it Frysk as de provinsjale plannen trochgeane? En wêrom tinkst dat?

Dan skriuwst: "It is net slim om te begripen dat it oanlearen fan ien standertfoarm better te learen is as in rige fan dûbletten, tripletten, kwadripletten of noch slimmer [...]".
Dy -bletten hoechst lykwols net te learen. Skriuwst dyn eigen foarm, de foarm dy'tst altyd brûkt hast as Frysktalige, of de foarm dy'tst om dy hinne hearst ast Frysk learst. Ik soe it omdraaie wolle: "It is net slim om te begripen dat it ôflearen fan allegear tige gebrûklike foarmen dreech te learen is."

Dan skriuwst: "Minsken dy't in taal leare, hawwe ferlet fan helderheid en dúdlikens. Dat is universeel en jildt dus ek yn Fryslân."
Ik bin der altyd fan útgongen dat minsken dy't in taal leare foaral ferlet hawwe fan ynformaasje oer hoe't dy taal yn de praktyk brûkt wurdt. Yn it begjin fan it learproses kin de dosint saken noch wat simpeler foarstelle, mar taallessen binne úteinlik doch bedoeld om learlingen ta te rieden om de maatskippij mei syn eigen (taal)konvinsjes.

Dan makkest de stap nei ynterferinsjes. Do skriuwst "Wannear't de standert as ûnderwiiskundich ynstrumint ynset wurdt, steane wy sterker tsjin hollânismen en anglisismen oer.". Dat kin ik net folgje. Lis my ris út: hoe helpt de kar tusken "romte" en "rûmte" by it stigmatisearjen fan "sleutel"?

Yn dyn heel stik sjoch ik in misferstân trochskimerjen dat neffens my by in protte dielnimmers oan it debat bestiet, nammentlik dat in standerttaal gjin fariaasje talit. Alle standerttalen litte fariaasje ta, dy meitsje foar in grut part de literêre rykdom fan dy talen út. Tink oan pearen lykas "het waaide/woei", "haast/bijna", "gelopen is / is gelopen", "vast en zeker / zeker en vast". Sjoch Joop van der Horst syn boek 'Het einde van de standaardtaal', dat beskriuwt dat fariaasje wer tanimt as minsken de standerttaal as "eigen" oanfiele.

Do sjochst neffens my benammen ien type foardiel: dat foar de begjinnende, net-Frysktalige learder. Dy hat baat by ienfâld. De Frysktalige learders en de betûfte taalbrûkers sjochst oer de kop, lykas de tsjinjende rol fan de taaldosint en it ûntbrekken fan twang yn in standerdisaasjeproses.

Groetnis,
Henk

Henk on **25 juny 2013 at 01:18** sei:

Foar wa't dizze diskusje net yn detail folge hat, sjoch hjirre foar myn ynterpretaasje: http://www.henkwolf.nl/stavering/hoe-zit-het-nu-precies-met-die-friese-spelling/

Wolter on **25 juny 2013 at 07:54** sei:

@Henk: Net allinnich de begjinnende net-Frysktalige learder hat ferlet fan ienfâld. Ik miste dat ek wol by myn Afûk-kursussen Frysk (oant en mei akte). Oare kursisten en ik sieten faak fol begrutsjen nei dy Fryske skriuwtaal te sjen. Safolle ferskaat en safolle dialektwurden om sljocht fan te wurden.

De measte minsken dy't 'sjucht' en 'rjucht' sizze skriuwe no ek al 'sjocht' en 'rjocht' (ik persoanlik ek). Kinst as ûnderwizer dochs gewoan foarskriuwe dat it 'sjocht' en 'rjocht' wêze moat? De praktyk wurket al folle langer sa.

En hawwe minsken 30 jier nedich om oan de feroaring te wennen? Hat dat ek sa lang duorre nei de staveringswiziging fan 1980?

De skriuwtaal is in helpmiddeltsje en dy moat gewoan simpel en dúdlik wêze. Sommige minsken gean der fanút dat de taallearders elk eigenheidsje fan de taal graach werom sjogge. Dat leau ik net, en dat sjoch ik ek net om my hinne. Ik sjoch taalhobbyïsten en frisisten dy't it idee fan in taalmonumint graach oerein hâlde wolle. De sljochtwei taalbrûker wol dúdlik ha wat er dwaan moat, en oars brûkt er likegoed Nederlânsk of sels noch in oare taal.

De ferliking mei it boek 'Het einde van de standaardtaal' is my net dúdlik. Wolsto dêrmei sizze dat Frysktalige akten tenei yn sms-taal ferskine moatte?

Abe de Vries on **25 juny 2013 at 08:36** sei:

@Wolter, do sjochst nuvere dingen. Ik sjoch taal-is-mar-in-kommunikaasjemiddel-fantasten en wrâldfrjemde Fryske nasjonalisten dy't fan de taal sels it measte net witte mar likegoed tidigje op idiotproof Frysk en in dêrmei, tinke se, korrespondearjende werhelling fan 1345.

Henk on **25 juny 2013 at 09:16** sei:

Wolter: dat ferskaat is der no ienkear, oftst it leuk fynst of net. As skoallen dy wiismeitsje dat dat net sa is, dan skeppe se in eigen talige werklikheid.

Fûstkje, trije tuten, "hoi" sizze, "goedenmorgen" sizze, ien tút, in omearming, in tikje mei de knokkels op 'e tafel, in opstutsen hân, in opstutsen wiisfinger … by de ynboargeringskursus wurde minsken miskien wol gek fan al dy ferskillende groetfoarmen yn Nederlân. Dus leare wy se mar oan dat allinne de omearming goed is. Efkes in analogy om oan te jaan hoe't sa'n noarmfoarstel my oankomt.

Henk on **25 juny 2013 at 09:21** sei:

En fansels wol ik net oanjaan dat Frysktalige akten yn sms-taal ferskine. Van der Horst helle ik oan om sjen te litten dat de tolerânsje foar ferskaat tanimt. Dat betsjut net dat strikt ynformele registers strikt formele út it stee drukke, sa'tst no suggerearrest, mar dat it besteande ferskaat yn de skriuwtaal rommer akseptearre wurdt (sjoch de foarbylden dy't ik hjirboppe neam) en dat it ferskaat yn de sprektaal ek wat romte krijt yn de skriuwtaal. Om mar wat te neamen: it súdlike gebrûk fan "beginnen" sûnder "te" is hjoed de dei folslein akseptearre yn Flaamske kranten, wylst dat earder beheind wie ta de skriuwtaal ("Ze is beginnen schilderen.")

André Looijenga on **25 juny 2013 at 16:32** sei:

De 'framing' dat wy as opstellers en ûnderskriuwers fan de Oprop tsjin staveringsferoaring en standertwurdlist "konservatyf" wêze soene, is nij foar my. Earder waard ús wol ferwiten dat wy sa "emosjoneel" wiene oer de stavering… Dat wie mar in nuver ferwyt, om't wy it iene stik nei it oare mei ynhâldlike arguminten kamen, wylst der fan de foarstanners gjin arguminten werom jûn waarden. Inkeld klachten oer de "toan" fan ús ferset. Mar, goed, it nije biedwurd tsjin de tsjinstanners is dat se "konservatyf" binne.

No, as it "konservatyf" is om terjochte krityk te leverjen op in advys dat yn sân hasten by-inoar skreaun is, op in staveringsferoaring dêr't de taalbrûkers gjin ferlet fan ha, en op in skriuwtaalstanderdisaasje dêr't kwalik maatskiplik draachflak foar is, dán neam ik my op taalmêd graach "konservatyf"!

Ik fernuverje my oer Piter Boersma syn cri de coeur oan it begjin fan dizze diskusjetried. Geart hat wis in kreas stik skreaun, mar al ien mei in stikmannich frjemde stappen yn de riddenaasje. (Mar goed, dát hat Henk Wolf hjirboppe al wiidweidich sjen litten.) Wat ik lykwols witte wolle soe is: wêrom soe Geart syn pleit foar minder fariaasje yn ús skriuwtaal "hiel konfrontearjend nei de opposanten ta" wêze, lykas Piter mient?.

Wêrom soe it fan "ambysje" tsjûgje om in net-perfekte, mar dochs ridlik funksjonearjende, stavering te feroarjen? Wêrom hawwe dyjingen dy't grif fierder wolle mei in fitale Fryske taal (mear Frysk yn it ûnderwiis, mear yn de publike romte, mear yn de media, mear twatalich bern grutbringe…) blykber in "tekoart oan ambysje", omdat hja sa'n libbene takomst fan it Frysk ek wol foarstelle kinne mei in Fryske taal dy't net troch sa'n dirigistyske, troch de Steat sanksjonearre, tsjin de skreaune praktyk yn rinnende dialektseleksje gongen is?

Wy binne wiis mei de brede standert dy't der is, en wy kinne hiel goed sûnder standerdisaasje fan boppe-ôf. As wy as Frysktaligen in fitale taalmienskip mei-inoar binne, kin it him wier sels fan ûnderop rêde om yn ús skriuwen linich en foar inoar lêsber en fersteanber te wêzen. Wiswier, Piter, ik haw in heule soad ambysjes mei it Frysk en ik doch graach mei om de Friezen en it Frysk foarút te helpen nei in machtichmoaie takomst…! Mar it giet alhiel in op-de-kop-ferkearde marsrûte út, wannear't jim ús beswierren tsjin troch in oerheidsynstânsje konstruearre ienheidstaal delsette yn in discours fan striid en fan slaggen dy't wûn wurde moatte.

Ik bin benijd oft jim noch arguminten oer hawwe dy't it fan Henk (sosjolinguïstyske) tsjin-arguminten winne kinne, of dat jim fuortdaalks nei it emosjonele wapentúch fan de militêre metafoar gripe…

It sil noch in drege jûn wurde, freed yn It Aljemint.

Pieter Breuker on **25 juny 2013 at 17:37** sei:

Bêste Geart,

It hat trije wiken duorre, mar no bist dan dochs op myn beswieren(en tagelyk ek dy fan ús aksjegroep en fan de 104 ûndertekeners) tsjin de foarnommen plannen ta standerdisearring yngongen. It is in lang antwurd wurden, mar is it ek in goeden-ien? Nee. (En ek al net sa saaklik, in eask dy'tst oars wol oan oaren stelst. Ik ha ûnder mear notearre: 'slacht as in tange op in baarch', 'ûnbegryplik' en 'ôfwaaid praat'.
Ik behein my hjoed yn dûbele sin: ik gean foarby oan de stavering (dêr hawwe oaren har ek al mei rêden) en fan it oare haadpunt, de standerdisearring, neam ik allinnich in stikmannich algemiene beswieren. Moarn folgje details.
1. Ien fan de kearnpunten fan de FA-standerdisearringsplannen is dat de nije standert yn de skriuwtaal ferplichte wurdt, foar it amtlik ferkear en it ûnderwiis. Dat is in folslein nije situaasje, noch net earder yn de Fryske taalskiednis fertoand. Dat jildt dus ek foar de romte dy't Provinsjale Steaten har op dizze wize taeigenje soenen. Do neamst it wêzentlike punt fan it oplizzen fan in taalnoarm mar ien kear, relativearrest it te'n ûnrjochte troch it tusken skrapkes te setten én joust der ek noch in draai oan. Ik sitearje dy:
'Hawar, in 'opleine' standert (foar oerheidspersoniel, ynklusyf it ûnderwiis) soe oan it Frysk fuortdaliks net in soad feroarje, mei't de gewoane Fryske boarger grif trochgean sil mei it praten fan dialektfoarms, sa't er dat syn hiele libben al wend is.' It giet yn myn redenaasje net om de gewoane boarger en al likemin om de sprektaal.

2. Do leaust wol hiel maklik dat men in taal fan boppen stjoere kin, meitsje sels. Hoewol'tst yn it begjin fan dyn reaksje op standerdisearring foarm en funksje fan in taal neamst, giest fierder frijwol foarby oan de funksje. In pear sitaten oer it stjoeren:
'Boppedat is it standerdisearringsproses by ús al oan de gong en de oerheid kin dat (mei) stjoere. Moat dat sels (mei)stjoere, oars bliuwt it in tizeboel yn bygelyks it ûnderwiis (lês- en learboeken en oare helpmiddels).'
'Alle feroarings (of fernijings) kostje wat tiid en grif ek jild. Dat is foar dizze saak ek it gefal. Soks falt goed te stjoeren en hoecht gjin reden te wêzen om gjin wizigings troch te fieren. Dêrom pleitsje ik der nei de Provinsjale Steaten ta ek foar om net allinnich in standert yn te fieren, lykas oeral yn de wrâld as men in taal offisjeel en mear/faker brûke wol.'

'Net standerdisearje is net realistysk as men pretinsjes hat mei it Frysk. Wy moatte 'Grinzen oer' om ris te ferwizen nei de nijste provinsjale taal- en ûnderwiisnoata. Dy jout de marsrûte oan foar ûnderskate domeinen, ek it ûnderwiis. En dy rûte freget ek om in taalstandert. Dêr is gjin ferwin op [sic!]. Myn opponinten lykje dat paad net gean te wollen. Deputearre en Provinsjale Steaten al […]. Meitsje [sic!] fan it Frysk mar in serieuze taal mei in gruttere status en mear taalmacht. Haw mar pretinsjes en ambysjes. Gean dêrby mar oer de dialektgrinzen hinne en stiigje dêrboppe út.'
Wie it mar sa ienfâldich, dat men in taal 'stjoere' koe en dêrby allinnich mar nei de foarm hoegde te sjen. De oast sit him, oars as tinkst (of: wolst?) net yn de foarm fan it Frysk, mar yn de funksje: dat is it swakke plak fan it Frysk. Dat jildt dan alderearst foar it Frysk as skriuwtaal. It plak fan it Frysk wurdt fierder

ferswakke troch de oanwêzigens fan it Nederlânsk yn it taalgebrûk en taalbesef fan elke Fries. Elke analyze fan it Frysk moat ek gean oer de funksje fan it Frysk en oer it plak fan it Nederlânsk. Ik moast by dyn optimisme tinke oan de taalkompensaasjeprogramma's út de jierren santich foar bern mei in taalachterstân, lês dialektachtergrûn. Dêr is fan al dy programma's neat telâne kommen en dat wylst de posysje fan it Nederlânsk yn it ûnderwiis safolste sterker wie (en is) as dy fan it Frysk.

3. Dêrmei kom ik op it tredde algemiene punt. Krekt lykas trije wiken lyn, bringst in ferbân oan tusken dialektseleksje en it kearen fan ynterferinsjes út it Nederlânsk. Dy twa hawwe neat mei inoar te krijen. Do suggerearrest op syn minst mei it lizzen fan dat ferbân dat ik ynterferinsjes mar tastean soe. Dat stiet net yn myn stikken en, wês mar gerêst, ik wiis yn algemiene sin ynterferinsjes ek ôf. Ik gean no mar foarby oan de lestige fraach wat krekt in ynterferinsje is.

4. Do skriuwst dat wy it Frysk hâlde wolle sa't it is:'Jins taal (talen) is (binne) gjin statysk besit, net yn beton getten, mar wurdt ûntwikkele (fan jong ta âld) en 'ferrike' en 'útwreide' as it goed is.' Dy ús tatochte miening falt út gjin inkeld stik op te meitsjen. It soe ek in hiel dom stânpunt wêze: taal is dynamysk, feroaret altiten, allinnich: wy leauwe net oan in diktaat fan boppen, mar oan feroaringen yn en út de taalmienskip sels. De taak fan de FA as wittenskiplik ynstitút is om de taal en de taalferoaringen fêst te lizzen, te beskriuwen en te ferklearjen, net om dy te stjoeren.

5. Dan besikest dyn stânpunten sterker te meitsjen troch nei 'de' winsken fan it ûnderwiis te ferwizen, troch sels fan 'maatskiplike druk ta standerdisearring' te praten. Dyn 'bewizen' binne swak: wat it ûnderwiis oangiet, beropst dy op dyn eigen (beheinde) ûnderfining, foar de 'maatskiplike druk' ferwiist nei it Juridysk Wurdboek, no oars net fuort in bestseller, sels net by de rjochtbank. Sjoch oan de oare kant ris nei de 104 ûndertekeners fan ús Oprop […]. Dêr sitte tsientallen minsken út it ûnderwiis by

6. Ta beslút. Do skriuwst:

'De opstellers [fan de Oprop […] wize dialektseleksje ôf: 'Ut earder ûndersyk docht, oars as de FA stelt, ek bliken dat der ûnder de minsken dy't it Frysk skriuwe net folle ferlet is fan dialektseleksje.' Wêr binne de bewizen dat de lju yn grutte mearheid dialektseleksje foar it skriftlik brûken yn de amtnerij en it ûnderwiis net tastean wolle? Gjin noat of ferwizing befêstiget dy bewearing.'

Alderearst joust wer in eigen draai oan it sitaat: der is ferskil tusken 'net follle ferlet fan' en 'yn grutte mearheid'. Mar myn útspraak giet wol deeglik op ûndersyk tebek (do soest dat as myn âld-studint ek kenne moatte). Ik kom yn myn proefskrift, Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk (1993), hieltiten wer op Fryske dialektfarianten en ynterferinsjes út it Nederlânsk. Op gâns plakken yn myn proefskrift lit ik sjen dat der ûnder saakkundigen 'net folle ferlet fan dialektseleksje' is yn normearre, of, ast dy term leaver hast, standerdisearre, Frysk, bygelyks op de siden 69-70, 96-99 en 183-190. Ien fan de ûnderdielen fan myn proefskrift is in skriftlike enkête dy't ik (yn 1988) ûnder Fryske skriuwers en Afûk-lesjouwers (dyn habitat) hâlden ha. De respons wie heech: der kamen fan de 263 ferstjoerde enkêtes 144 brûkbere reaksjes werom, 85 fan skriuwers en 59 fan Afûk-lesjouwers. In sintraal ûnderdiel yn de fragelist wie de miening fan de respondinten oer it plak fan Fryske dialekten. Fraach 22 wie sa:

'It ûnderwiis yn it Frysk moat dialektyske eigenaardichheden bestride'. De útslach?
Fan alle 144 respondinten wie mar 13,2% foar en mar leafst 64,6 tsjin de stelling (de oare antwurden foelen ûnder ien fan de kategoryen 'wit net' of 'oars' (ynklusyf gjin ynformaasje jûn). Hoewol't de skriuwers wat faker 'nee' op de stelling antwurden (71,7%) as de lesjouwers, fielden de lêsten ek yn mearheid (54,2%) net foar dialektseleksje (en mar 13,6% wie der foar). Dat binne oantallen en antwurden dêr't men wat mei kin, tinkt my.
Sa geane ús beswieren tsjin dialektseleksje tebek op 7 (de opstellers fan de Oprop [...]) + de 104 ûndertekeners dêrfan (eins mear, want by de ûndertekeners fan ús beswieren sitte ek trije organisaasjes), in grut part fan 144 oare bewuste en kundige brûkers fan it Frysk en noch wer oare minsken dy't ferstân fan it Frysk en de Fryske taalsituaasje hawwe (bygelyks de troch my oanhelle Jan Jelles Hof). Wat kinsto dêr foaroer stelle? Dyn eigen miening, dy fan fjouwer Akademy-meiwurkers en in inkelden-ien út it fjild dy't troch de FA rieplachte is.

Ik hâld no earst op, mar moarn dus mear.
Bêste groetenis,
Pieter Breuker

P.S: ta myn grutte spyt kin ik freed net oan de diskusje meidwaan. De provinsje hie my útnoege om yn it foarum sitten te gean, mar lit no krekt op dyselde jûn myn jongste soan in flamenco-konsert yn Ljouwert jaan (syn première yn Nederlân). Dêr wol ik fansels by wêze.

Wolter on **25 juny 2013 at 19:19** sei:

@Henk: tanke wol foar dyn útlis. Ferskaat yn sprekfoarmen is de normale sitewaasje, en sa'tsto ek al skriuwst is it ferskaat oan formele en ynformele skriuwtaal ek de normale sitewaasje. Neffens my is it wol sa dat it foarbyld mei de begroetingsfoarmen los stiet fan de skriuwwizen fan wurden. Hjoed lies ik ek noch in foarbyld op Facebook dat de foarstanners fan in standertwurdlist wurden as 'girl' en 'gal' ta ien meitsje wolle, krekt as soenen se fan 'famke' en 'fanke' ien wurd meitsje wolle. Dat is net wier, salang't de wurden ek ferskillende betsjuttingen hawwe (hoe lyts dan ek).

It foarbyld fan it wurdsje 'hieltyd' en syn talrike ferskiningsfoarmen fyn ik hiel aardich. En dêr giet it neffens my ek om. It falt my op hoe faak ik oan Friezen mei memmetaal Frysk noch útlizze moat dat it Frysk aardich wat ferskaat yn skriuwfoarmen hat en de reaksje dêrop is selden posityf.

Dat der neist de skriuwfoarm 'hieltyd' ek noch de sprek- en skriuwfoarm 'hieltiten' bestiet fyn ik prima. Ik brûk beide farianten en skriuw se ek, mar seis ferskillende skriuwfarianten foar ien sa'n wurdsje is yn myn eagen gjin foarmferskaat mar in tizeboel. Op dat mêd bin ik it dus hielendal iens mei Geart.

@André: Freed in drege jûn? Wat my oanblanget kinne wy dêrnei noch wol ergens gesellich neisitte mei in bierke (of wat oars). Kroegen genôch yn Ljouwert.

@Abe: .....

Henk on **25 juny 2013 at 21:19** sei:

Wolter: ik haw it foarbyld fan de begroetingsfoarmen ek net yn ferbân brocht mei de skriuwwize fan wurden, mar mei de standerdisearring derfan.

It ferskil tusken "hieltyd" en "hieltiten" is gjin staveringsferskil. It giet om twa ferskillende wurden, sa't "dauernd" en "andauernd" dat ek binne, of "stets", "stetig" en "ständig", of "Mädchen" en "Mädel", of "Bürgersteig" en "Gehsteig", of "Pizzas" en "Pizzen", "Taxis" en "Taxen", "Scheiß" en "Scheiße". Net ien fan dy foarmen wurdt yn de mienskip dúdlik ôfkard, dat wat foar reden hat in oerheid om der ien fan út te sykjen en de oare te ferbieden?

Dat gefal fan "gal" en "girl" haw ik net sjoen. Wêr gong dat om?

By "hieltyd" kin ik as alternative stavering sa allinne "hyltyd" betinke – as dat al in staveringsfariant is. Ik wit net krekt hoe't Wâldpiken dat earste lûd útsprekke. It Fryske staveringssysteem is oer it generaal in frije aardige werjefte fan de útspraak en as twa wurden ferskillend skreaun wurde, dan betsjut dat gauris dat it ek echt twa ferskillende wurden binne, mei ferskillende útspraken.

Pieter Breuker on **26 juny 2013 at 13:21** sei:
Bêste Geart (2)
Lykas sein gean ik hjoed mear op de details fan dyn stik yn. Earst eefkes in meidieling foarôf: it is net sa dat ik yn it algemien tsjin (fierdere) standerdisearring bin, alles by it âlde litte wol (ik ha dat juster ek al eefkes neamd), allinnich standerdisearring moat fia in ferstannige wei ferrinne. Ik kom dêr noch wol op. Alderearst dan ús punt dat der gjin needsaak ta dialektseleksje is omdat de taalkundige ferskillen tusken de belutsen dialekten sa lyts binne dat se eins noait oanlieding ta misbegryp jouwe. Do ropst as reaksje dêrop hiel entûsjast: as dy ferskillen dan sa lyts binne, 'kin men dus maklik op skrift ien foarm as standertfoarm kieze, om't dy net fier ôfstean sil fan de fariant fan in oare brûker fan it Frysk.' Watst ferjitst, is dat yn ús plannen de taal net oer de kop helle wurdt en yn dinent krekt wol, wy jouwe rêst, do soargest foar ûnrêst, ûnnedige en djoere ûnrêst (sjoch ek Henk Wolf). Om dy sels eefkes oan te heljen (en foar ien kear te pleagjen): 'ûnbegryplik' datst soks oer de holle sjochst. It twadde argumint moat ik wat djipper op yngean. Dat joust, om te begjinnen, net goed wer. Wy skriuwe: 'Der is taalkundich sjoen gjin ferantwurde kar te meitsjen tusken de ûnderskate dialektfarianten. Elke list sil hieltiten wer grutte willekeur sjen litte […]. De FA soe net oarder en regel skeppe, mar gaos. Dat kin in wittenskiplik ynstitút as de FA him net feroarloovje, en de dochs al kwetsbere Fryske taalmienskip kin dat net drage. '
Do fersmellest dat punt ta: 'As men ta wol op in standert, hokker dialektfariant soe men dan foar kar nimme moatte om wat regaad te meitsjen yn de besteande 'gaos' yn learmiddels en oare teksten? Want dat is de besteande situaasje.'

It giet yn dit argumint net allinnich en net primêr om ûnderwiislearmiddels, mar om it yngripen yn de taal, op in wize dy't ûnwittenskiplik en dus ûnferantwurde is. De kearn fan it probleem hjirre is nammentlik dat der gjin goed te beredenearjen kar falt te meitsjen. Hokker kritearium oft men ek kiest (bygelyks âldens fan in foarm, ôfstân ta it Nederlânsk, frekwinsje), de útkomst sil altiten wêze dat noris in Klaaifryske, dan wer in Wâldfryske foarm ta standert ferheft wurdt. Oars sein: der ûntstiet in standert dy't net ien Frysktalige út himsels praat of skriuwt. Dat is de bêste manier om de Fries fan syn eigen taal te ferfrjemdzjen.
Der is noch wat: de omfang fan de yngreep. Soe it om in inkeld gefal gean, dan mocht it noch hinnebruie, mar ik ha okkerlêsten op in sneintemiddei foar mysels samar in list fan in lyts 500 foarbylden gearstald. Dat oersjoch is noch lang net folslein, net allinnich omdat ik der mar eefkes mei dwaande west ha, mar ek omdat by hast elke foarbyld noch tsientallen fergelykbere gefallen neamd wurde kinne. Nim no bygelyks it iennichste foarbyld dat de FA jout: 'romte' – 'rûmte'. Under de tsjinstelling 'o' (Klaaifrysk) – 'û' (Wâldfrysk) foar 'm' falle bygelyks ek 'krom', 'plom', 'prom', 'rom', 'skom', 'kom' (objekt), 'klomje', 'krommel', 'romte', 'tomme' en har Wâldfryske wjergaders. En der spilet hjirre noch wat: asto dan dochs standerdisearje wolst 'om regaad te meitsjen' yn de besteande 'gaos', dan kinst it fansels net by dialektferskillen litte (dy't oars ek al net beheind wurde kinne ta de tsjinstelling Klaaifrysk – Wâldfrysk). Ik tink datst dêrbûten op syn minst safolle fariaasje fynst. Ik neam, allinnich mar by wize fan yllustraasje: meartal op -heid of -ens (bygelyks 'dúdlikheid' – 'dúdlikens'), meartal op -en of -s (bygelyks 'boeten' – 'boetes'; 'oersettingen' – 'oersettings'; 'earmen' – 'earms'), substantyf op -Ø of op -e (bygelyks 'ear' of 'eare'), ferskillende doetiidsfoarmen ('gong' – 'gie'), komparatyf mei -er of -der ('fûler'- fûlder') en alle fergelykbere gefallen. Dan lit ik de hûnderten 'losse' gefallen noch gewurde (bygelyks 'allinnich' – 'allinne'). Earlik sein tink ik dat net ien (ik sels dus ek net) op dit stuit in goed idee hat fan it kwantum oan fariaasje yn it Frysk (ek yn de skriuwtaal). Dêr soe unifoarmiteit yn oanbrocht wurde moatte? Dat freget jierren en jierren wurk, ûnder de besteande omstannichheden ûnfruchtber wurk.
Ik kom by it tredde argumint. Wy stelle dat der gjin needsaak ta dialektseleksje is omdat der (hjoeddedei) amper sosjale ferskillen tusken de brûkers besteane. Dyn reaksje:

‘Dat betsjut dat der dus net diskriminearre wurdt en sosjaal sjoen in groep minder achte wurdt as de oare. Om dy reden kin der skoan dialektseleksje plakfine, mei’t sa net ien mear as minder achte wurdt. De akseptaasje fan dialektseleksje wurdt sa allinnich mar grutter.’
Eefkes foar de dúdlikheid: ûnder normale omstannichheden binne it krêften út de maatskippij (ekonomysk, sosjaal, kultureel) dy’t standerdisearringsprosessen op gong bringe (ik kin dêr no net op yngean, mar sjochris nei de besteande fakliteratuer foar bygelyks it Nederlânsk). Yn de Fryske situaasje hat net ien groep dialektbrûkers dy macht. It gewoane patroan soe no dus ynienen trochbrutsen wurde troch it fan boppenôf oplizzen fan in standert, troch in Fremdkörper dus. Do sjochst hjirre nei taal as in meganysk gehiel, sûnder rekken te hâlden mei de sosjale kontekst. Sa’n opfetting komst net fier mei.
Us fjirde argumint komt derop del dat by ynfiering fan de FA-plannen alle besteande teksten (yn literatuer, wurdboeken, grammatika’s, ûnderwiismateriaal, op websiden ensafuorthinne) ynienen net mear goed wêze soenen. Wy skriuwe wer net watsto derfan makkest: ‘It liket my net wierskynlik dat alle teksten ynienen ûnbegryplik en ûnlêsber wurden binne. De measte lju sil it sels amper opfalle.’
Der sitte oan dit fjirde beswier trije kanten: kosten, praktyske problemen en status. De kosten tinkst wol hiel maklik oer: ‘Alle feroarings (of fernijings) kostje wat tiid en grif ek jild’. It sil yn de praktyk om tonnen, miskien sels wol miljoenen gean. Alle materiaal foar de groepen oan wa’t de standert oplein wurdt (amtlik ferkear en ûnderwiis) sil oanpast of fernijd wurde moatte. Itselde jildt foar de besteande taalnoarmboarnen (wurdboeken, grammatika’s, staveringsmetoaden). Amtners en ûnderwizers sille byskoalle wurde moatte. Dêr kin net mei wachte wurde. As de nije standert al ynfierd wurde soe, kin de provinsje gjin gat ûntstean litte tusken de datum fan ynfiering en it beskikber hawwen fan it nije materiaal en it by de tiid bringen fan amtners en ûnderwizers (dat soe de ‘bêste’ manier wêze om de eigen besluten ûnderstek te dwaan.) Omdat it jierren duorje sil ear’t alle materiaal oanpast wêze soe en al it personiel byskoalle, ûntstiet der in lange oergongsperioade fan wol in beslút, mar noch gjin ynfiering. Dat liket my net sa handich, om marris in understatement te brûken. En as tredde de status. Hoewol’t bygelyks literêre teksten (dy’t it hert en de siel fan de besteande standert foarmje) net ûnder it nije bewâld falle soenen, sil net ien skriuwer wiis wêze mei de feroaringen: syn teksten binne ommers ferâldere, falle net ûnder de nije standert, hawwe minder oansjen.
Us fiifde argumint seit dat de nije standert taalbrûkers ferfrjemdzje sil fan har eigen, ieuwenâlde, goedfryske foarmen. Ek hjirre joust ús wurden net goed wer:
‘Lykas ik earder skreaun haw, sjoch ik net fuortdaliks yn dat de Frysk-prater ynienen de foarm ‘rûmte’ brûke sil, wylst er wend is ‘romte’ te brûken, sadree’t er dat foar it earst op skrift stean sjocht.’ De FA-plannen slaan op it skreaune Frysk en dêr jildt ommers de ferplichting foar (tenearsten dus noch foar it ûnderwiis en it amtlik ferkear, mar de ambysjes fan FA en fan dy sille grif fierder gean). Dat it Frysk as sprektaal net botte feroarje sil, leau ik ek wol, mar is yn dit ferbân net fan belang. De amtner of ûnderwizer dy’t Frysk skriuwe moat, sil dus wol deeglik fan syn eigen taal ferfrjemde wurde. Ik kom by it lêste punt, it didaktyske aspekt. Dêrby is ús grutste beswier dat ‘by it Frysk skriuwen learen tenei elke Frysktalige eigen wurden en foarmen ôf- en ûneigen oanleare [moat]’. Ek hjirre joust wer in nuvere draai oan wat wy skriuwe: ‘Wat ‘ûneigen’ is, is yn it Frysk lykwols hiel betreklik. In Frysktalige soe yndied ynterferinsjes ôfleare moatte en yndied standertfoarms oanleare.’ Ik ha juster al opmurken dat it by dit argumint net om ynterferinsjes giet, sterker noch: ik ha der net iens oan tocht (ynterferinsjes foarmje in hiel oar sjapiter en in hiel oar (en wol reëel) probleem). En wat bedoelst mei it ‘hiel betreklike’ fan it ûneigene? Ik soe nochris ferwize wollen nei de tûzenen ûneigen foarmen dy’t elke fan-hûs-út Frysktalige amtner of ûnderwizer aanst by it Frysk skriuwen leare moat. Dat is net te dwaan en ik doar dy hjirre wol in foarsizzing te dwaan: as der al in ferplichting fan hegerhân komme soe, dan rint it allinnich al fanwegen de ûnmooglikheid om al dy ferplichte foarmen te learen op neat út. Sels de nuetste amtner of trouste ûnderwizer sil dat net slagje. Sa bliuwt der fan dyn ferwar mar in bytsje oer, bêste Geart. En hoe sit it mei dyn winsk om dy ‘konformistysk’ op te stellen en ‘in soarte fan gouden middenwei’ te finen, in kompromis te sluten mei al dy minsken dy’t har tsjin dyn opfettingen fersette? Ik ha dy foarnimmens net yn dyn stik weromfine kinnen. Ik ha my fierder ôffrege hoe’t it mooglik is dat de meiwurkers fan de FA mei sokke plannen komme kinne. Hat it mei har wurk te krijen? Se hawwe, faak tsientallen jierren, dwaande west mei it gearstallen fan wurdboeken. Tinke se dêrom dat se ek Frysk meitsje kinne, sûnder rekken te hâlden mei de taalwerklikheid bûten de muorren fan de Fryske Akademy? Moarn komt it tredde en ôfslutende part, koarter as dit en mei algemiene konklúzjes.
Pieter Breuker

Pieter Breuker on **27 juny 2013 at 13:46** sei:
Bêste Geart en alle oaren (3),
Alle oaren ek, want as der ien ding de ôfrûne moannen bliken dien hat, dan is it wol dat standert en stavering fan it Frysk ûnderwerpen binne dy’t ûnder in protte minsken libje. It lit sjen dat taal fan ús allegearre is. Sa heart it ek. Allinnich al om dy reden moat de Fryske Akademy weromkomme op har plannen: beide ûnderwerpen binne oant no ta yn fierstente lytse (want eigen) rûnte besprutsen. De reaksjes op de Akademyplannen litte ek noch wat oars sjen: sels by in betreklik ienfâldich en beheind ûnderwerp as de foarnommen staveringsferoaring hat de Fryske Akademy de saken net goed útsocht (tink bygelyks oan ‘ik droech’, mar ‘ik ha drûgen’). Dat probleem spilet noch folle mear by taalnoarm en taalstanderdisearring. Ik ha tsien jier lyn in wiidweidich artikel skreaun oer ‘Ferantwurding en útwurking fan noarmaspekten yn it Hânwurdboek I-11 en yn it WFT’ (Us Wurk, jrg. 52 (2003), s. 19-76. Yn dat artikel haw ik, mei oan de hân fan hûnderten wurden, ûndersyk dien nei noarmaspekten en noarmopfettingen yn de neamde (kearn-)wurdboeken fan de Fryske Akademy. In pear belangrike konklúzjes wienen dat: a. de wurdboekmakkers amper it probleem fan de komplekse noarmproblematyk (taspitst op dialektfariaasje en ynterferinsje) oan de oarder steld ha, lit stean problematisearre, bygelyks yn de foaropwurden; b. (mei as gefolch fan a.) der grutte ferskillen tusken de neamde boarnen binne yn de beskriuwing

fan wurden wêrby't dialektfariaasje en ynterferinsje in rol spylje, sels tusken diel I en II fan it Hânwurdboek (dat dochs as in ienheid jilde moatte soe). Oars sein: de eigen, mar dus net goed dúdlik makke, miening fan de wurdboekskriuwer hie grutte ynfloed op de brûkte taalnoarm. Ek doe hat de Fryske Akademy de diskusje (as dy der al west hat) yn eigen hûs hâlden en net reagearre op myn artikel (dat yn in serieus wittenskiplik tydskrift ferskynd is). En ek no hawwe wy net in stik fan de Fryske Akademy sjoen oer de wittenskiplike, dat wol sizze de talige én sosjale, achtergrûnen fan taalnormearring en standerdisearring (yntern skynt in notysje fan ien side te sirkulearjen). It sil dúdlik wêze: it ûnderwerp fan taalnoarm fertsjinnet noch hiel wat ûndersyk. Dêrby moat de Fryske Akademy de doarren iepensette, prinsipieel de diskusje oangean wolle mei (ek net-Fryske) saakkundigen oan hegeskoallen en universiteiten én mei it 'fjild', mei belanghawwenden as ûnderwizers, skriuwers, amtners, de 'gewoane' Fryskskriuwers. Hoe moatte wy no fierder? Ik herhelje hjirre nochris de Oprop dy't wy op 5 juny oan Provinsjale Steaten oanbean hawwe (en dy't doe ek op dizze webside publisearre is). Behein de opdracht oan de Fryske Akademy ta wat ynearsten de bedoeling wie: it meitsjen fan in (digitaal) Frysk Grien Boekje, op basis fan de besteande stavering. Dêr is dus hielendal gjin staveringsferoaring foar nedich en al likemin in net trochtochte en dus net te motivearjen yngreep yn taalfariaasje. Sa'n betreklik ienfâldich boekje – en op grûn dêrfan in staveringshifker, ek brûkber foar Mac en foar de sojale media – is wól ferlet fan. Boppedat kin dat op betreklik koarte termyn klear en binne de kosten oer te sjen. It is noch net te let. De Fryske Akademy soe ek no noch gehoar jaan kinne oan alle (goed motivearre) beswieren dy't de ôfrûne moannen tsjin har plannen ta staveringsferoaring en standerdisearring nei foaren brocht binne. It is ek te hoopjen dat de Fryske Akademy begrypt dat net samar foarbygongen wurde kin oan it massale protest út fermiddens fan wittenskip, ûnderwiis, kultuer en skriuwerswrâld. Mar mochten dy wil en wiisheid ûntbrekke, dan is it tiid dat de provinsjale polityk yngrypt en dêrmei it Frysk en syn brûkers behoedet foar grutte skea.
Pieter Breuker

Op ûndersyk út!

ROB FALTIN - Yn 'e diskusje oer staveringsferoaring komme der hieltyd wer arguminten oer it wurdbyld en oer hoe't minsken dêr tsjinoan sjogge. Binne dêr faaks al wat feitlike gegevens oer bekend? Lit ik oer titels fantasearje:
-'Perception, memorization and reproduction of written language from a neuropsychological perspective: an overview of the literature',
-'The effect of word perception on the learning of new words: a randomized controlled trial'
-'The OCAT (Orthographic change attitude test) and the REAT (Rules enforcement attitude test): towards valid and useful scales in the dilemma's about spelling change',
-'Language attitudes: on interindividual and intergroup variance',
-'Frisian and Rhaeto-Romansh orthographic attitudes and competencies compared: data from the FROAC study',
-'Learning new spelling rules: what we have learnt from decision models'.
Sokssawat? Der moat grif al wat bekend wêze. Of haw ik it mist yn 'e diskusje. Of past it net yn 'e diskusje. Of soe it noch ûndersocht wurde kinne. Soene sokke fraachstellings faaks ornearre wêze foar de Fryske Akademy?

(http://www.demoanne.nl/staveringsferoaring-en-wurdbyld-op-undersyk-ut/#comment-462)

Henk zegt:
juni 27, 2013 om 1:33 pm
Hallo Rob,

Der is frijwat bekend oer de rol fan wurdbyld by it oanlearen fan lêzen en skriuwen. De teory wurdt aardich gearfette yn de boeken 'Spelling' en 'Spellingdidactiek' fan Henk Huizenga. Wy brûke dy op skoalle ek. Huizinga jout in soad ferwizingen nei relevante literatuer.

Wat spesifiker:

Verhoeven, G. (1985), 'De strategieën van de speller', dissertatie RuG, Groningen: Noordhoff. Verhoeven lit sjen dat by learlingen yn it basisûnderwiis fan groep 7 ôf it wurdbyld in grutte rol spilet by it staverjen. Mei it tanimmen fan de lêsfeardichheid nimt de ynfloed fan wurdbyld op it staverjen ta. Analytysk staverjen (benammen by tiidwurden) is oan 'e ein fan 'e basisskoalle it grutste probleem.

Coenen, M., W. van Bon & R. Schreuder (1997), Reading and spelling in Dutch first and second graders. In: Leon & Malatesha (eds.), Cross-language studies of learning to read and spell. Dordrecht: Kluwer. De ûndersikers litte, krekt as Verhoeven, sjen dat begjinnende learder benammen regels hantearje, mar dat de wurdbyldstrategy der al fluch by komt en mei it tanimmen fan de lêsfeardichheid heeltyd dominanter wurdt: earst by it lêzen (herkennen) fan wurden en letter by it skriuwen.

Frans Daems docht al jierren ûndersyk nei de ynfloed fan wurdbyld op de stavering fan Nederlânske tiidwurden, by útstek de groep wurden dy't analytysk stavere wurde: om te witten oft je "beïnvloed" of "beïnvloedt", "verwent" of "verwend", "praten" of "praatten" skriuwe moatte, moatte je de sin ûntlede. Hy lit sjen dat dat faak misgiet en dat it frekwintste wurdbyld him dan opkringt. Daems hat der aardich wat oer skreaun. Sjoch foar in oersjoch û.o. Sandra, D., F. Daems & S. Frisson, 'Zo helder en toch zoveel fouten'. In: Vonk (2001). Sjoch ek Frans Daems syn website by univ. Antwerpen.

De kommisje-Meijerink, dy't minimum- en streefnivo's foar allegear taalfeardichheden opsteld hat, hat it staverjen op wurdbyld ûnderbrocht op nivo 2F, it nivo dat minsken noadich wêze soenen om op 'e arbeidsmerk funksjonearje te kinnen ("burgerschapsniveau", moat dy oansprekke! ;-)). Dat nivo wurdt ferwachte oan 'e ein fan in mbo-oplieding. De analytyske tiidwurdstavering is ferdield oer nivo 2F en 3F. Nivo 3F is it nivo dat ferwachte wurdt oan 'e ein fan 'e havo. Dat wol sizze dat folle mear minsken folle earder op wurdbyld achte wurde goed te staverjen as troch nei te tinken oer staveringsregels. Minsken mei lêsûnderfining tinke op in stuit net mear sa bot nei oer regels en skriuwe foaral op basis fan wat se ûntholden hawwe fan wat se lêze. Sjoch û.o. de website fan it SLO foar in útwurking.

Groetnis, Henk

it each fan eelke
25 06 13

Der is jûn in diskusjejûn oer it Frysk. Ik bin no 47 jier sjoernalist en ik ha likernôch 7.461 kear dizze sin útskreaun of útsprutsen. It Frysk is foar ús sjoernalisten nammentlik altyd in lekker hapke. Oare gewesten ha dat net, oer flaaien en moksels kin je noait 7.461 kear âldehoere. Oer it Frysk wol. Dus ha´k faak by sokke jûnen west. O wat in moaie jûnen. Ja, nee it hie allegear gjin risseltaat, want elk wol altyd in oar risseltaat, en al de minsken dy´t it mei elkoar ûniens wiene, rjochten dan elke kear wer in apart eigen Frysk groepke op. En it hie ek gjin rindemint, noch altyd bin der lju dy´t sizze dat ze ons niet verstaan. Mar dat hindert dochs neat, in jûn diskusje oer it Frysk, fantastysk. Jûn om kertier foar achten yn Tresoar. Yn de Gysbert Japicxseal. Wat moai is dat, in diskusjejûn oer it Frysk yn de seal fan de grûnlizzer fan dat Frysk Gysbert Japicx. Wauw. As dat Frysk is teminsten. Frâns Kuipers iepent. Frâns hjitte eartiids gewoan Frans, mar hy skriuwt himsels tsjintwurdich mei in kapke. At je mei it Frysk dwaande binne, moat je sels ek wat Frysk wurde fansels. En Frâns sil fertelle dat dizze jûn earst op 23 april hâlden wurde soe, mar dat doe de ynlieder siik waard. Yn wurklikhyd waard dy dr. Reinier Strikwerda dy deis fuort soademitere by de Fryske Akadeemje, dat doe koe hy it wurd Frysk efkes net mear hearre. Mar jûn sit hy te plak om de twingjende fragen te beanderjen, want hy is net mear direkteur fan de Akademy en kin dus net mear in ynlieding hâlde, mar beandert no inkel fragen. Lykas hoe komme we oan in mear taalbewuste hâlding fan it folk, mar benammen hoe moat we it plak fan de wittenskip en it ûnderwiis sjen. No sil Strikwerda sizze, bepalend. De Fryske Akademy hat ûnder syn bewâld in nije stavering makke en is mei de provinsje oerienkaam dat de gewoane Fryske skriuwers dêr neat oer sizze meie. Mar dan komt it. Dan komt ds. Westra fan Lollum foar it ljocht. Liuwe Westra. Hy wol in krêftiger hâlding fan de Fryske beweging, wêr´t hy ea diel fan útmakke. Hy wol dat se mear risiko´s nimme. No kin ik him noch fan de Fryske beweging doe´t hy hiel fersichtich alle fragen beandere en hielendal neat hie fan in fakbûnsman. Mar miskien is dat fersichtige wol de krêft dy´t Frâns mei in kapke Kuipers nedich hat. Want hy wol mei dizze diskusje oantoane dat Fryslân in BMD ha moat. In BMD. In brede maatskiplike diskusje. Sa´t we dy eartiids oer kearnwapens hiene, in mini-ûnderwerp yn fergeliking mei it Frysk. Want sju, yn 2008 wie der ek in diskusjejûn oer it Frysk, nûmer 6.983, dy wie ek noch fan de Fryske Akademy wat doe noch wol minsken meiprate liet. Op dy jûn sei Willem Verf ik wol in BMD. Willem Verf wie eartiids in politikus, Grien Links, mar ek Frysk skriuwer. Kuipers wie eartiids ek politikus, fan it CDA en ûnderwizer. No en Verf sit mei Frâns mei in kapke Kuipers yn de striid om sels at de sintrale as klear is, dêr noch in diskusje oer ôf te twingen yn provinsiale steaten, dus hjir bin se ek mei syn twaen oer teset. Se ferwachtsje ha se yn it bryfke set in flymskerpe diskusje. Dat wurdt neat want it moat al om tsien oere ôfrûn wêze en at doktor en dûmny útluld binne, is it fiif foar tsienen. Mar dat hindert allegear neat, it wurdt wer in aardige jûn, fol mei allegear ûnbegryp oer en wer, sa it heart oer it Frysk. Ried fan de Fryske beweging hat al sein we kin de BMD net betelje, en dat fynt dûmny dus net in krêftich signaal. De provinsje sjocht in referindum, dy fertale it wurd BMD daliks, ek net sitten, want dy witte wol dat je dêr de meast ûnlogyske risseltaten fan krije, want der lizze ferslachjes fan dy 7.460 eardere jûnen dat elkenien troch elkoar hinne prate. Dus jim hoege der net oer yn te sitten, jim kin rêstich nei de Gysbert Japicxseal, en âldehoer wat my, dy brede maatskiplike diskusje komt der ek net. Dy bliuwt gewoan, lyts en ivich. Tongersdei is ôflevering 7.462.

dagstelling

Bange statenleden totaal onzichtbaar

Provinciale volksvertegenwoordigers doen hun werk niet goed, zijn onvoldoende op de hoogte van de feiten en ze laten zich nauwelijks zien bij het publieke debat in de samenleving. De stelling van Douwe Kootstra: **Provinciale statenleden zijn bang en totaal onzichtbaar.**

DOUWE KOOTSTRA

Na lezing van de 'Te Gast' van Willem Verf (LC 22 juni) over de aanhoudende dwaling betreffende de Centrale As moet mij iets van het hart. Verf schrijft dat statenleden, partijen en fracties elkaar gevangen houden; dat ze waarschijnlijk ondertussen wel anders willen, maar niet (meer) mogen.

De politiek is immers met zijn traditioneel alles overheersende fractiediscipline nooit gewend geweest terug te komen op eenmaal genomen besluiten. Als je een meerderheid hebt, dan voer je je besluit uit.

Vervolgens trekken de fracties - lees: de statenleden - zich massaal terug achter de veilige muren van het Provinsjehûs. Ze profileren zich daar ongetwijfeld als ter zake kundig in eindeloze series commissie- en statenvergaderingen, maar durven zich niet of nauwelijks te vertonen in de samenleving om de discussie aan te gaan met de bewoners van hun provincie over actuele kwesties.

Nee, ze laten de gloeiende Friese kastanjes uit het vuur halen door soms klungelig opererende gedeputeerden. Het interview met gedeputeerde Sietske Poepjes in een VPRO-uitzending (De slag om Nederland), waarbij ze kritisch werd ondervraagd over de noodzaak van een Centrale As in de huidige vorm, was een overduidelijk voorbeeld.

Of neem de kwestie Thialf. Als statenlid zou ik overal acute jeuk krijgen bij het aanhoren van de brave gedeputeerde Hans Konst die door zijn genuanceerde en saaie bijdragen de achterban nooit in beweging zal krijgen.

Zelf zie je de statenleden bijna niet in de samenleving. Daar hebben ze het natuurlijk ook veel te druk voor. Het gevolg is dat ze onbekend zijn bij de bevolking. Een korte rondvraag in mijn kennissen- en vriendenkring leverde nauwelijks namen op. Wat wil je ook.

Op een van de bijeenkomsten van de actie Kening fan de Greide – de niet onbelangrijke gruttodiscussie in Fryslân – stel ik de vraag of er misschien statenleden aanwezig zijn. Zegge en schrijve één vingertje gaat voorzichtig omhoog.

Er worden op die avond belangrijke zaken aangekaart, zoals de dreigende groei van de grootschaligheid in de landbouw. Daarop aangesproken beaamt onze volksvertegenwoordigster – ik ben haar naam al weer vergeten – dat volmondig; ze zal alles 'meenemen'. Einde bijdrage aan de discussie.

Ze trekken pas bij de verkiezingen weer toeterend door de provincie

Op bijeenkomsten over andere actuele onderwerpen, bijvoorbeeld het aanpassen van de spelling, van hetzelfde laken een pak. Statenleden leunen na een besluit van Provinciale Staten comfortabel achterover. Gedeputeerden en het legertje aan communicatiemedewerkers doen hun best verder maar.

Pas bij de verkiezingen trekken ze weer met z'n allen toeterend door de provincie en verwonderen ze zich er over dat de Friezen zo weinig geïnteresseerd zijn in de regionale politiek.

Een van de andere gevolgen van de passiviteit en onzichtbaarheid van onze provinciale vertegenwoordigers is dat ze grotendeels afhankelijk zijn van de informatie-infusen die ze krijgen aangelegd door het interne circuit. Vaak zijn statenleden niet echt goed op de hoogte van wat er werkelijk speelt in de samenleving.

Tsja, zo werkt ons politieke systeem nu eenmaal, zult u zeggen, maar het is godgeklaagd dat statenleden pas openlijk blijk mogen geven van gezond verstand en vooral van voortschrijdend inzicht als ze uit de staten zijn en totaal geen invloed meer hebben op de besluitvorming.

Leden fan de Provinsjale Steaten, lit jim sjen en hearre. Doar mei te dwaan! Wês polityk ris fernijend.

De stavering en standerdisearring fan it Frysk

1 *Foarskiednis*

Yn de earste helte fan de njoggentjinde ieu bestiene njonken inoar noch ferskate staveringen fan it Frysk. Guon folgen de stavering fan de 17e-ieuske dichter Gysbert Japicx nei, oaren giene te seil op de Aldfryske skriuwwize, en der wiene guon dy't neffens de gongbere útspraak staveren. Om ienheid yn de stavering te bringen kaam it *Selskip foar Fryske Taal en Skriftekennisse* yn 1879 mei troch in kommisje gearstalde nije staveringsregels dy't langer as in heale ieu brûkt wurde soene. Dy stavering fan 1879, ek wol de Selskipsstavering neamd, wie de mear of minder offisjele Fryske stavering. Hy wie dan wol net goedkard troch in offisjeel orgaan, mar waard wol brûkt yn it (trijedielige) *Friesch Woordenboek* fan Waling Dykstra (1900-1903-1911), dat finansiere waard troch it provinsjaal bestjoer.

Yn de earste helte fan de tweintichste ieu bleau der diskusje oer staveringskwestjes bestean, benammen yn ûnderwiisrûnten. De stavering joech tefolle didaktyske problemen. Fuort nei de Twadde Wrâldoarloch, doe't de measte Fryske boeken útferkocht wiene, wie de tiid ryp foar in staveringsferoaring. De Fryske Akademy rette yn 1945 in staveringsferienfâldiging ta, dy't oant 1980 jildich west hat. Yn de sechstiger jierren wie der fannijs diskusje oer de stavering. Der kamen trije stânpunten oan 'e oarder: de besteande Akademy-stavering hanthavenje, in beheinde staveringsferoaring trochfiere of ta in fiergeande staveringsferoaring komme. De Provinsje, dy't yn 1969 yn it ramt fan syn foech op it stik fan de Fryske kultuer de ferantwurdlikheid foar de stavering op him nommen hie, keas de middenwei en besleat ta in beheinde staveringsferoaring, yn 1976 foar Fryskeigen wurden en yn 1982 foar frjemde wurden.

2 *Aktuele oanpassingen*

Yn 2011 krige de Fryske Akademy fan de Provinsje nei oanlieding fan lûden út it fjild de opdracht om in wurdlist foar it Frysk gear te stallen, ferlykber mei de *Woordenlijst Nederlandse Taal*, ek wol *Het Groene Boekje* neamd. It seit himsels dat by it gearstallen fan dy list de besteande Fryske staveringsregels tapast wurde moatte. Mar, by it tariedend wurk oan de list rûnen de gearstallers dertsjinoan dat guon staveringsregels net helder binne en yn de staveringspraktyk swierrichheden jouwe. Ien fan de oarsaken fan dy ûnhelderheid is, dat sûnt 1879 yn de 'offisjele' Fryske staveringsregels in kear of wat wizigingen oanbrocht binne sûnder dat de regels yn har hiele hear en fear op 'e nij formulearre binne. Omdat mei guon besteande regels of regelwizigingen net goed te wurkjen is, en yn de praktyk ek net altyd mei wurke is, hawwe de Provinsjale Steaten nei advys fan de Fryske Akademy besletten om de besteande regeljouwing hjir en dêr oan te passen. It útgongspunt dêrby is, dat sa min as mooglik fan de besteande staveringsregels en -praktyk ôfwykt wurdt. Wy jouwe hjir no in oersjoch fan dy oanpassingen.

2.1 oe *en* û

It Frysk hat trije ferskillende oe-lûden, te witten it koarte ienlûd /u/, it lange ienlûd /u:/ en it twalûd /u.ə/. Dy wurde op dizze wize stavere:

/u/ as *û* of *oe*
/u:/ as *û* of *oe*
/u.ə/ as *oe*

De stavering fan it /u.ə/-lûd is al goed beregele. Dat lûd wurdt altyd stavere as *oe*. Foarbylden:

hy koe, hy soe, hy woe, wy koene
doel, hy foel, soel
boer, djoer, oere, soer
boete, foet, hjoed, noed
fatsoen, seizoen, tsjoene
goes

Foar de stavering fan it /u(:)/-lûd bestiet lykwols in regel dy't yn de praktyk ûnwurkber blykt te wêzen, mei fangefolgen gauris ûnberedenearre staveringsfoarmen. De regel yn 1945 is nammentlik sa dat it /u(:)/-lûd altyd stavere wurdt as *û*, mar mei in *oe* as it op in Aldfryske lange *o* tebekgiet. Omdat it Aldfrysk beheind oerlevere is en foar in soad wurden gjin Aldfryske wjergader te finen is, hâldt dat yn dat sokke wurden neffens dy regel mei *û* stavere wurde moatte soene. Lykwols hawwe de hânwurdboeken sûnt 1952 faak keazen foar in *oe*-stavering, dêrby grif rekken hâldend mei de besteande tradysje of it Nederlânske wurdbyld. Sa hiene wurden as *poes* en *koeke*, omdat se net yn it Aldfrysk oerlevere binne, neffens de besteande regels stavere wurde moatten as *pûs* en *kûke*.

Dat alles yn oerwaging nimmend, like it de Fryske Akademy ferstannich ta om ôf te stappen fan de besteande regel en in praktyskenien foar kar te nimmen. De haadregel bliuwt dat it /u(:)/-lûd stavere wurdt as *û*. Foarbylden:

dûbel, ûbly
krûd, lûd, pûde
bûge, rûch, slûgje
dûke, gebrûk, smûk, sûker
fûl, gûle, kûle, pûltsje
nûmer, skûm
fûnis, grûn, hûn, sûn, ûnder
glûpert, krûpe, rûpke
bûse, hûs, pûste, rûzje, tûzen
bûten, kût, mûtse

Op dy haadregel binne twa útsûnderingen:

a) as it oerienkomstige Standertnederlânske wurd in *oe* hat, dan hat it Fryske wurd dy ek. Dat wurdt sa dien omdat der datoangeande in staveringstradysje is. Fierwei de measte wurden mei in *oe* feroarje dus net. Foarbylden:

doe, hoe
poedel
ploech, skoech, foegje
hoef, proef, stroef
doek, hoeke, koeke, roek
boemerang, loempia
groep, koepel, stoepe
koest, oester, poes, woest
koets, poetse, toet

Allinne in tige beheind tal, meast leechfrekwinte, wurden krijt mei dizze regeloanpassing in oar wurdbyld. Foarbylden:

fûkepôt > foekepôt
jûkel > joekel
kalmûs > kalmoes
kapûs > kapoes
prûste > proeste
rûf > roef
rûs > roes
tûfe > toefe
wûpsty > woepsty
bazoeka > bazûka
boek(ebeam) > bûk(ebeam)
doezebout > dûzebout
droech > drûch
goelasj > gûlasj
haboes > habûs
joetse > jûtse
keboef > kebûf
koese > kûse
koetsebei > kûtsebei
noegje > nûgje
spoek > spûk
stoef > stûf
útroegje > útrûgje

b) de bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden hat yn de ûnfolsleine en folsleine doetiid foar it /u(:)/-lûd soms de stavering *oe* en soms de stavering *û*. Foarbylden:

drage - droech - droegen
ferdwine - ferdwûn - ferdwûn
jaan - joech - jûn
rinne - rûn - rûn

Der wurdt net fan de besteande staveringstradysje ôfwykt. Troch dy stavering wurdt yn guon gefallen dúdlik ûnderskied makke tusken de notiid oan de iene kant en de ûnfolsleine doetiid oan de oare kant. Tink oan: *ik lûk* (notiid) - *ik loek* (doetiid).

2.2 eo *en* eau

It Frysk hat foar it twalûd /ö.a/ ûngelikense staveringen, te witten *eo* en *eau*. Foarbylden: *sneon* en *dreaun*. Dat bliuwt sa, mar foar ien wurd komt klearrichheid, te witten *reauntsje*, dat ek wol as *reontsje* stavere waard. It wurdt no konsekwint *reauntsje*.

2.3 ieu *en* iuw

Oan no ta waarden foar it trijelûd /iːu̯/ twa ferskillende staveringen brûkt, te witten *ieu* (yn *ieu, Sieusk, Hebrieusk*) en *iuw* (yn *kiuw, liuw, miuw* en *spriuw*). Tenei wurde al dy wurden mei *iuw* stavere, lykas de tiidwurden *biuwe, bliuwe, driuwe, giuwe, kliuwe, piuwe, priuwe, riuwe, skriuwe, triuwe, wiuwe* en *wriuwe*.

2.4 f/v *en* s/z *yn frjemde wurden*

Yn de beregeling foar frjemde wurden fan 1982 wurdt oer de stavering fan de *v* en *z* yn frjemde wurden sein dat se yn it Frysk oan it begjin fan in wurd mei in *f* respektivelik in *s* skreaun wurde. Mear wurdt oer de stavering fan de *v* en *z* net regele, en yn de praktyk is dat te min. Men sjocht dêrtroch dat de regel ûnwissigens oproppe kin oangeande de stavering fan dizze klanken, bygelyks, wêrom wurdt njonken *fokaal* - mei in *f* - *yntervokalysk* net mei in *f* stavere?

De regel is no sa oanskerpe: oan it begjin fan in grûnwurd komt op guon útsûnderingen nei[1] net in *v* of *z* foar, mar in *f* of *s*, ek as dat wurd ûnderdiel is fan in gearstalling of ôflieding. Foarbylden:

fyzje, profyzje, refyzje, superfyzje, telefyzje
falide, ynfalide
soölogy, mikrosoölogy

Komt dat part fan in gearstalling of ôflieding net as in selsstannich wurd yn it Frysk foar, dan hâldt it in *v* of z. Foarbylden:

adverbiaal
advokaat
evakuaasje

3 *Standerdisearring*

Lykas elke taal hat it Frysk ferskate dialekten. Soe elke Fries skriuwe neffens syn útspraak (it fonologysk prinsipe), dan soe der gjin standert of foarkarstavering brûkt wurde. Ommers, immen út de Dongeradielen soe dan bygelyks *buotter* en *sepe* skriuwe ynstee fan *bûter* en *sjippe*, in Westereender soe *bjartsje* en *sneeje* ynstee fan *boartsje* en *snije* skriuwe en ien út it suden fan de provinsje *duske* of *döske* ynstee fan *doaske*. Fariante útspraken út dy dialekten wurde neffens de tradysje net ta de standert rekkene en krije yn de hânwurdboeken net (mear) harren gerak. Lykwols bestiet der noch net in alhiel útkristallisearre standert. De Fryske standert sa't dy hjoeddedei fungearret, is benammen basearre op de twa grutte dialekten Klaai- en Wâldfrysk. Yn de praktyk wurdt oant no ta op gesach fan de wurdboeken net altyd in foarkar foar in beskate fariant útsprutsen. Foarbylden binne *tomme* (Klaaifrysk) en *tûme* (Wâldfrysk) of *baarne* (noardlik Klaaifrysk en noardlik Wâldfrysk) en *brâne* (súdlik Klaaifrysk en súdlik Wâldfrysk). Mar de praktyk wiist út dat de fariant dy't yn de wurdboeken foaroan stiet, meastentiids as foarkarsfoarm beskôge is en wurdt.

Omdat it bygelyks yn it ûnderwiis en by de oerheid praktysk is om út te gean fan in foarkarsfoarm is yn dizze wurdlist keazen foar ien fariant.[2] Dat betsjut net dat farianten dy't net yn de wurdlist opnommen binne, ferkeard Frysk binne.[3] By it kiezen fan de foarkarsfoarm hawwe ferskate kritearia in rol spile, mar net allegearre tagelyk:

a) tradysje

Sa't hjirboppe al opmurken is, bestiet der yn it Frysk al fierhinne in standert. Dy is yn

---

[1] Utsûnderingen binne wurden dy't in lestich werom te kennen wurdbyld krije as se oan it Fryske staveringssysteem oanpast wurde soene, bygelyks *fize-* ynstee fan *vice-* of *seppe* ynstee fan *zappe*.

[2] Om misbegryp tefoaren te kommen: dit jildt net foar synonimen lykas *belangryk* en *wichtich* of *foarsichtich* en *hoeden* of foar foarmfarianten lykas *altyd* en *altiten*.

[3] Oars as yn de wurdlist komme yn de nije staveringshifker gongbere farianten oan bod. Typt de brûker sa'n fariant yn en stiet dy net as foarkarsfoarm te boek, dan krijt er net it sinjaal dat er ferkeard Frysk skriuwt, mar dat er net de foarkarsfoarm skriuwt.

de rin fan de tiid yn de hânwurdboeken dellein. Dat dêryn oant no ta meastentiids net keazen is foar farianten út de perifeare dialekten mei dúdlik wêze. Mar hokker fariant út de twa grutte dialekten Klaai- en Wâldfrysk as foarkarsfoarm nommen wurde moat, is yn de wurdboeken net altyd helderheid oer. Dochs is it al lang wenst om de farianten dy't yn de wurdboeken as earste neamd wurde, as foarkarsfoarm te beskôgjen. Om dy reden krije bygelyks de Klaaifryske farianten op *-om* of *-omme* (*rom, tomme*) de foarkar boppe de Wâldfryske farianten op *-ûm* of *-ûme* (*rûm, tûme*).

b) distansjearring

By standerdisearring kin ek it ôfsetten tsjin in oare taal meispylje. Yn it gefal fan it Frysk is dat tsjin it Nederlânsk. In yllustratyf foarbyld is it wurd *hiel* dat mar yn in lyts part fan Fryslân (de Noardlike Wâlden) brûkt wurdt, wylst it grutste part it geef-Fryske en oan it Nederlânsk identike *heel* brûkt.

In oar foarbyld is de weifal fan de *e* yn wurden as *kiste* en *mûtse*. Yn in part fan it taalgebiet is it hiel gewoan om *kist* of *mûts* te sizzen, mar omdat dy farianten tichter by de Nederlânske wjergaders steane, wurde krekt dy net ta de standert rekkene.

d) lykfoarmigens

It prinsipe fan lykfoarmigens kin de foarkarsfoarm ek beskiede. Wurden lykas *died, ried, sied, goed, paad* bygelyks wurde yn it Frysk faak ek sûnder einichste *d* útsprutsen en guon dêrfan wurde gauris ek sa skreaun. Lykwols kin yn bûging en gearstalling de *d* yn de útspraak altyd wer foar it ljocht komme en dy wurdt dan ek skreaun (*dieden, riedsgearkomste*), dat *died, ried* ensf. wurde mei in *d* te stavere. Utsûnderingen binne leksikalisearre gefallen as *goeried* en *goemoarn*.

In oar foarbyld is de noardlike fariant *baarne*, dy't oant no ta yn de hânwurdboeken de foarkar hat, mar dy't it tsjin de súdlike fariant *brâne* ôfleit op grûn fan it kritearium fan de lykfoarmigens (*brân, brâne, brânfersekering*).

d) gongberens

In frekwinte fariant hat de foarkar boppe in fariant dy't minder frekwint is. In foarbyld is it heechfrekwinte bywurd *eigentlik*. De minder frekwinte farianten *eigenlik, einlik* en *eink* wurde net yn de wurdlist opnommen.

e) etymology

Yn de stavering sjocht men wolris in ôfslitene útspraak werom (bygelyks *abslút, bibleteek, bommedearje*). Lykwols binne allinne de folle foarmen yn de wurdlist opnommen (*absolút, biblioteek, bombardearje*). Utsûnderingen binne leksikalisearre gefallen lykas *knyn* en *plysje* (ynstee fan *konyn* en *polysje*) en wurdpearen mei ôfsûnderlike betsjuttingen lykas *krupsje* (= sykte) en *korrupsje* (= omkeaping).

Fryske Akademy
juny 2013

André Looijenga

“Staveringshifker kin earst ek wol sûnder nije stavering”

Jûn oer stavering en standertwurdlist, 28 juny 2013

It wie in rûzige, reinige jûn yn midsimmer dat Provinsje en Fryske Akademy in iepenbiere diskusje belein hiene yn It Aljemint. De boppeseal fan de Akademytsjerke like hast twatredde fol te sitten mei belangstellenden foar de staveringsferoaring en skriuwtaalstanderdisearring. Meastepart frisisten en frisiasten, tastreamd yn de hope op ferljochting oer dizze kwestje dy’t no al twa moannen safolle tongen, pinnen en kompjûterkaaibuorden losmakke hie. Wat skriuwers, in stikmannich studinten. En ek in nustje Steateleden, sij it net fan alle partijen (bywêzich wiene wurdfierders fan PvdA, FNP, CDA, VVD, CU en GL).

Oer dizze staverstriid is kontra en pro ûnderwilens in dossier opinystikken folskreaun mei de omfang fan in foech âld boereroman. Jo kinne de artikels neilêze yn dit troch Henk Wolf sammele online-argyf.

Omropman Gerard van der Veer wie troch it provinsjebewâld ynhierd as oaninoarprater. Provinsje-amtner Harmen Akerboom iepene de jûn mei in oersjoch fan it beslútfoarmingsproses oant no ta. Op 24 april lêstlyn is in foarriedich beslút nommen oer stavering en wurdlist, die er witten, noch gjin definityf beslút. Ut de stikken soe misbegryp ûntstien wêze: neffens Akerboom kriget de standertwurdlist gjin ferplichtsjend karakter, en regionale farianten wurde net ferbean. De stavering, hoe’t se úteinlik troch Provinsjale Steaten (ein ’13, begjin ’14) oannommen wurdt, sil ferplichte wêze, mar de standertwurdlist dus net. Dat soarge foar wat fernuvering by de dossierkenners yn de seal: wie no ynienen ien fan de twa hite hingizers út de wei? It like derop dat de wankende skriuwtaalferplichting foar oerheid en ûnderwiis fuort wie – alteast yn de amtlike ynterpretaasje fan de opdracht fan de Provinsje oan de Akademy. In nije ûntwikkeling dêr’t ek in oanwêzich Steatelid mylde fernuvering oer útspruts neitiid.

Anne Dykstra fan de Fryske Akademy begûn syn praatsje mei de persoanlike noat yn mineur dat 3 april ll. (steatekommisjegearkomste oer it FA-advys) foar him in tryste dei wie: gjinien wie kommen om yn te sprekken oer de oansteande staveringsferoaring. Koe it Frysk de lju sa min skele? Dykstra gie fierder mei in ferdigening fan it standerdisearjende karakter fan de wurdlist, wêrby’t er fleurich dialekt-Frysk prate by sheets yn skriuwtaal-Frysk. It Standertfrysk is yn de lêste ieu, fan Waling Dykstra syn wurdboek (klear yn 1911) oant it *Frysk Hânwurdboek* fan 2008, hieltyd stranger wurden. Doe yn 2008 wie der gjin reboelje oer de folle strangere standert, wêrom dan no fiif jier letter, retoarysk frege Anne Dykstra. De nije staveringshifker wurdt hiel moai (in lytse demonstraasje troch Dykstra): hy hâldt rekken mei standert- en njonkenfoarm, en hy kin – unyk yn de wrâld! – Hollânske ynslûpsels detektearje. En, o ja, de stavering sieten ek noch wat fouten yn, en dy hawwe wy mei ús advys oplost en it Frysk wurdt dêr better fan, fytste Dykstra oan ’e ein fan syn presintaasje noch gau even trochhinne.

Dêrnei Henk Wolf, út namme fan de tsjinstanners fan staveringsferoaring en standertwurdlist. Neffens him helpe dy maatregels it Frysk net foarút. In standerdisearring fan boppe-ôf soe te’n ûnrjochte regaad meitsje mei libbene en algemien akseptearre Fryske wurdfarianten. By eintsjebeslút soe bygelyks in ferplichte kar foar ‘brâne’ boppe ‘baarne’ (soks stiet no yn it FA-útstel) minsken jûst fan de Fryske skriuwtaal ferfrjemdzje. It feroarjen

fan de stavering soe hiel neidielich wêze omdat it skea bringt oan it wurdbyld dat Fryskskriuwers troch de tiid opboud hawwe, en om't alle earder skreaune boeken dêrtroch 'fout' wurde. It stânpunt fan de tsjinstanners fette Wolf gear as: 1. de Fryske Akademy skriuwt moaie wurdboeken en moat dêrmei trochgean, 2. in Grien Boekje foar it Frysk as list foarbylden fan de besteande stavering is in poerbêst plan, 3. in nije staveringshifker krekt allyksa, 4. der moat gjin staveringsferoaring komme en gjin fan boppe-ôf opleine fierdere standerdisearring fan de skriuwtaal.

Nei it kofjeskoft in foarumdiskusje mei fragen út de seal. By Dykstra en Wolf oan tafel skoden Goffe Jensma (prefester) en Koen Eekma (Afûk-direkteur) oan. Fraach ien: moat der in staveringshifker komme, dy't yn safolle mooglik programma's, ynklusyf de sosjale media, brûkt wurde kin? Ja, fansels, elkenien it oer iens.

Dêrnei bruts it striidpraten echt los. Foar- en tsjinstanders fan de standerdisearring oppenearren har. It wie by de diskusje eins as hie Akerboom foar it skoft nét sein dat in standertwurdlist net ferplichtsjend wurde soe. Fan Afûk-direkteur Eekma foel op dat er net bot foarstanner bliek fan in standerdisearring dy't net droegen wurdt troch de taalbrûkers sels. Der waard omraak dit fûn en dat fûn fan wat it Griene Boekje wêze moast (allinnich de standert! nee, mei safolle mooglik farianten!). Net elkenien hie foar it each dat dat Boekje allinnich digitaal wêze soe. Guon foarstanners fan de strange standert, lykas Willem Visser en Fedde Dykstra, besochten it sa foar te stellen as soene de tsjinstanners fan de standertwurdlist tsjinstanners fan de besteande Fryske standerttaal wêze. En de tsjinstanners sprutsen mar delbûgjend oer de kwaliteit fan it Fryske ûnderwiis, mienden guon. Mear yn it lichtere sjenre pasten de optredens fan âld-steatelid Bareld de Vries, dy't entûsjast herinnerings ophelle oan 1976, en wol wollen hie dat se doedestiids al sokke moaie staveringshifkers meitsje koene. Steatelid Ingrid Wagenaar frege har ôf oft jo de hifker ek ynstelle kinne soene op 'Wâldfrysk'. Skriuwer Ferdinand de Jong en oaren woene hawwe dat der in soarte fan 'tydlike' hifker kaam, op basis fan in wurdlist yn 'âlde' stavering.

De jûn wie al hast ferrûn, doe't de stavering sels noch op it aljemint komme moast. In protte tiid wie dêr net foar oer bleaun, dêr't it ynhâldlike al wat fan te lijen hie. Fedde Dykstra priizge de "lytse feroarings" as in "grutte ferbettering". Oersetter Klaas Bruinsma pleite derfoar en kom op foar de belangen fan de Fryske basisskoallebern: perfoarst gjin feroarings yn de stavering. (It spiet de skriuwer fan dit ferslach nei ôfrin dat er, flak foar de ein, net frege hie oft elkenien dy't gjin doel seach yn in staveringsferoaring de hân even opstekke woe…)

Deputearre Jannewietske de Vries sluet de jûn ôf. It hie "net in stikeme proseduere" west om ta in stavering en standert te kommen, ferdigene hja. It is in saak fan "mei-inoar fierder" om foarút te gean mei it Frysk. Der kin in foarriedige staveringshifker komme foardat der in Grien Boekje is. De oanpassing fan de stavering is "in saak foar taalkundigen", dat dêr soe se no fierder neat oer sizze, mar it ûnderwiis "moat hjir in stim yn ha". Oer de stavering moat der in "breed droegen" advys oan Provinsjale Steaten komme.

BREKKEND: Staveringshifker yn oktober klear

Justerjûn wie der in gearkomst yn de Fryske Akademy oer de standert en stavering fan ús taal. Omdat ik ek nei de fergadering fan it skriuwersboun west ha, woe ik sjen en hearre hoe't der yn akademysk fermidden oer tocht wurde soe. Ik makke my yn 't foar op foar in soad wurden, mienings en lulle oer punten en komma's. Lokkich wie Gerard van der Veer as seremoanjemaster oanlutsen, sadat we meielkoar net fersopen binne yn te lange presentaasjes. #goedwurk soenen se op twitter sizze.

De provinsje, de akademy en de opposysje krigen sprektiid. Foar alle ferhalen is wat te sizzen, mar yn de kearn komt it der op del dat der net goed kommunisearre is tusken de partijen. Dat wylst se elkoar hast bepisje kinne as de straal noch ynoarder is. Hoe is it dochs wer mooglik, mar ik ha sels meimakke dat in brief yn de reis fan in baly en in keamer 15 meter fierderop spoarleas ferdwine kin, dus sjoch ik dêr al net mear nuver fan op.

No't alle partijen einliks yn ien romte (rûmte) sieten, die geandewei bliken dat de ferskillen fan ynsjoch hielendal net sa grut binne. In flesse bearenburg, reade wyn of wodka fierder en we binne in ein op streek, soe ik sizze. Mar sa fluch giet soks net, dus lit se mar efkes jeuzelje. Gun se dy tiid. Efkes wat droech (drûch) materiaal troch en dan ha wy in list. Soks kin noch wol in jier as langer duorje, skat ik yn. Gjin probleem, as der yn de tiid foardat dy list der is, mar skreaun wurde kin mei kontrôle nei de hjoeddeistige mjitte.

Op de jûn fan it boun wie it nije systeem fan de akademy yn kombinaasje mei de besteande wurdlist al besprutsen. Jan Schotanus miende dat dy list yn it nije digitale systeem maklik noch in skoft tsjinst dwaan koe, dat waard juster troch de akademy ek tasein.

Deputearre Jannewietske de Vries sleat ôf mei de moaie meidieling dat de nije staveringshifker der yn oktober wêze sil, mei de âlde wurdlist, as de nije noch net klear is.

Dochs in puntsje fan krityk, hie Jannewietske dat oan it begjin fan de jûn no sizze litten. Hienen we daliks oan de drank kinnen. (smiley)

Pieter Breuker

Wêrom't dy Fryske standertwurdlist sa'n ûntrochtocht en dus min idee is

Ofrûne moandei publisearren wy it essay 'Beswieren tsjin de beswieren', wêryn't Geart Tigchelaar it fêststellen fan in Standertwurdlist (mei dialektseleksje) troch de Fryske Akademy ferdigene hat. (Hjir in link nei dit stik fan Geart Tigchelaar.) Pieter Breuker, û.o. âld-dosint oan de Ryksuniversiteit Grins en ien fan de driuwende krêften efter de 'Oprop oan Provinsjale Steaten' (op ensafh publisearre op 5 juny lêstlyn), hat de lêste dagen in wiidweidige replyk jûn op it betooch fan Tigchelaar. Omdat de arguminten dy't Breuker dêryn oandroegen hat in wichtige ynhâldlike bydrage binne oan de diskusje oer de winsklikheid fan sa'n Standertwurdlist en oer dy fan fan boppe-ôf stjoerde standerdisearring fan de Fryske skriuwtaal, nimme wy Breuker syn reaksjes fan 25, 26 en 27 juny op, gearfoege ta ien trochrinnend essay.

Bêste Geart,

It hat trije wiken duorre, mar no bist dan dochs op myn beswieren (en tagelyk ek dy fan ús aksjegroep en fan de 104 ûndertekeners) tsjin de foarnommen plannen ta standerdisearring yngongen. It is in lang antwurd wurden, mar is it ek in goeden-ien? Nee. (En ek al net sa saaklik, in eask dy'tst oars wol oan oaren stelst. Ik ha ûnder mear notearre: 'slacht as in tange op in baarch', 'ûnbegryplik' en 'ôfwaaid praat'.) Ik behein my yn dit stik yn safier dat ik foarby gean oan de stavering. (Dêr hawwe oaren har ek al mei rêden mei oertsjûgjende ynhâldlike arguminten, bgl. yn de stikken dy't Henk Wolf, Liuwe Westra en André Looijenga skreaun hawwe. Dizze binne û.o. nei te lêzen yn dit troch Henk Wolf sammele online-argyf.) Oer it oare haadpunt, de standerdisearring, begjin ik hjirûnder earst mei in stikmannich algemiene beswieren tsjin de winsklikheid fan sa'n standerdisearring fan boppe-ôf. Dêrnei gean ik fierder yn op in tal details, yn dyn en yn ús argumintaasje. Ik sil dit stik ôfslute mei opmerkingen oer de rol fan de Fryske Akademy en mei ús útstel hoe't der sûnder nije standerdisearring en staveringsferoaring op koarte termyn in goed wurkjende staveringshifker komme kin (want dêr wie it ommers om begûn).

Seis beswieren tsjin standerdisearring

1. Ien fan de kearnpunten fan de FA-standerdisearringsplannen is dat de nije standert yn de skriuwtaal ferplichte wurdt, foar it amtlik ferkear en it ûnderwiis. Dat is in folslein nije situaasje, noch net earder yn de Fryske taalskiednis fertoand. Dat jildt dus ek foar de romte dy't Provinsjale Steaten har op dizze wize taeigenje soenen. Do neamst it wêzentlike punt fan it oplizzen fan in taalnoarm mar ien kear, relativearrest it te'n ûnrjochte troch it tusken skrapkes te setten én joust der ek noch in draai oan. Ik sitearje dy: - "Hawar, in 'opleine' standert (foar oerheidspersoniel, ynklusyf it ûnderwiis) soe oan it Frysk fuortdaliks net in soad feroarje, mei't de gewoane Fryske boarger grif trochgean sil mei it praten fan dialektfoarms, sa't er dat syn hiele libben al wend is." It giet yn myn redenaasje lykwols net om de gewoane boarger en al likemin om de sprektaal.

2. Do leaust wol hiel maklik dat men in taal fan boppen stjoere kin, meitsje sels. Hoewol'tst yn it begjin fan dyn reaksje op standerdisearring foarm en funksje fan in taal neamst, giest

fierder frijwol foarby oan de funksje. In pear sitaten oer it stjoeren: - "Boppedat is it standerdisearringsproses by ús al oan de gong en de oerheid kin dat (mei) stjoere. Moat dat sels (mei)stjoere, oars bliuwt it in tizeboel yn bygelyks it ûnderwiis (lês- en learboeken en oare helpmiddels)." - "Alle feroarings (of fernijings) kostje wat tiid en grif ek jild. Dat is foar dizze saak ek it gefal. Soks falt goed te stjoeren en hoecht gjin reden te wêzen om gjin wizigings troch te fieren. Dêrom pleitsje ik der nei de Provinsjale Steaten ta ek foar om net allinnich in standert yn te fieren, lykas oeral yn de wrâld as men in taal offisjeel en mear/faker brûke wol." - "Net standerdisearje is net realistysk as men pretinsjes hat mei it Frysk. Wy moatte 'Grinzen oer' om ris te ferwizen nei de nijste provinsjale taal- en ûnderwiisnoata. Dy jout de marsrûte oan foar ûnderskate domeinen, ek it ûnderwiis. En dy rûte freget ek om in taalstandert. Dêr is gjin ferwin op [sic!]. Myn opponinten lykje dat paad net gean te wollen. Deputearre en Provinsjale Steaten al […]. Meitsje [sic!] fan it Frysk mar in serieuze taal mei in gruttere status en mear taalmacht. Haw mar pretinsjes en ambysjes. Gean dêrby mar oer de dialektgrinzen hinne en stiigje dêrboppe út." Wie it mar sa ienfâldich, dat men in taal 'stjoere' koe en dêrby allinnich mar nei de foarm hoegde te sjen. De oast sit him, oars as tinkst (of: wolst?) net yn de foarm fan it Frysk, mar yn de funksje: dat is it swakke plak fan it Frysk. Dat jildt dan alderearst foar it Frysk as skriuwtaal. It plak fan it Frysk wurdt fierder ferswakke troch de oanwêzigens fan it Nederlânsk yn it taalgebrûk en taalbesef fan elke Fries. Elke analyze fan it Frysk moat ek gean oer de funksje fan it Frysk en oer it plak fan it Nederlânsk. Ik moast by dyn optimisme tinke oan de taalkompensaasjeprogramma's út de jierren santich foar bern mei in taalachterstân, lês dialektachtergrûn. Dêr is fan al dy programma's neat telâne kommen en dat wylst de posysje fan it Nederlânsk yn it ûnderwiis safolste sterker wie (en is) as dy fan it Frysk.

3. Dêrmei kom ik op it tredde algemiene punt. Krekt lykas trije wiken lyn, bringst in ferbân oan tusken dialektseleksje en it kearen fan ynterferinsjes út it Nederlânsk. Dy twa hawwe neat mei inoar te krijen. Do suggerearrest op syn minst mei it lizzen fan dat ferbân dat ik ynterferinsjes mar tastean soe. Dat stiet net yn myn stikken en, wês mar gerêst, ik wiis yn algemiene sin ynterferinsjes ek ôf. Ik gean no mar foarby oan de lestige fraach wat krekt in ynterferinsje is.

4. Do skriuwst dat wy it Frysk hâlde wolle sa't it is: "Jins taal (talen) is (binne) gjin statysk besit, net yn beton getten, mar wurdt ûntwikkele (fan jong ta âld) en 'ferrike' en 'útwreide' as it goed is." Dy ús tatochte miening falt út gjin inkeld stik op te meitsjen. It soe ek in hiel dom stânpunt wêze: taal is dynamysk, feroaret altiten, allinnich: wy leauwe net oan in diktaat fan boppen, mar oan feroaringen yn en út de taalmienskip sels. De taak fan de FA as wittenskiplik ynstitút is om de taal en de taalferoaringen fêst te lizzen, te beskriuwen en te ferklearjen, net om dy te stjoeren.

5. Dan besikest dyn stânpunten sterker te meitsjen troch nei 'de' winsken fan it ûnderwiis te ferwizen, troch sels fan 'maatskiplike druk ta standerdisearring' te praten. Dyn 'bewizen' binne swak: wat it ûnderwiis oangiet, beropst dy op dyn eigen (beheinde) ûnderfining, foar de 'maatskiplike druk' ferwiist nei it Juridysk Wurdboek, no oars net fuort in bestseller, sels net by de rjochtbank. Sjoch oan de oare kant ris nei de 104 ûndertekeners fan ús Oprop […]. Dêr sitte tsientallen minsken út it ûnderwiis by

6. Ta beslút. Do skriuwst: "De opstellers [fan de Oprop […] wize dialektseleksje ôf: 'Ut earder ûndersyk docht, oars as de FA stelt, ek bliken dat der ûnder de minsken dy't it Frysk skriuwe net folle ferlet is fan dialektseleksje.' Wêr binne de bewizen dat de lju yn grutte

mearheid dialektseleksje foar it skriftlik brûken yn de amtnerij en it ûnderwiis net tastean wolle? Gjin noat of ferwizing befêstiget dy bewearing." Alderearst joust wer in eigen draai oan it sitaat: der is ferskil tusken 'net follle ferlet fan' en 'yn grutte mearheid'. Mar myn útspraak giet wol deeglik op ûndersyk tebek (do soest dat as myn âld-studint ek kenne moatte). Ik kom yn myn proefskrift, *Noarmaspekten fan it hjoeddeiske Frysk* (1993), hieltiten wer op Fryske dialektfarianten en ynterferinsjes út it Nederlânsk. Op gâns plakken yn myn proefskrift lit ik sjen dat der ûnder saakkundigen 'net folle ferlet fan dialektseleksje' is yn normearre, of, ast dy term leaver hast, standerdisearre, Frysk, bygelyks op de siden 69-70, 96-99 en 183-190. Ien fan de ûnderdielen fan myn proefskrift is in skriftlike enkête dy't ik (yn 1988) ûnder Fryske skriuwers en Afûk-lesjouwers (dyn habitat) hâlden ha. De respons wie heech: der kamen fan de 263 ferstjoerde enkêtes 144 brûkbere reaksjes werom, 85 fan skriuwers en 59 fan Afûk-lesjouwers. In sintraal ûnderdiel yn de fragelist wie de miening fan de respondinten oer it plak fan Fryske dialekten. Fraach 22 wie sa: 'It ûnderwiis yn it Frysk moat dialektyske eigenaardichheden bestride'. De útslach? Fan alle 144 respondinten wie mar 13,2% foar en mar leafst 64,6 tsjin de stelling (de oare antwurden foelen ûnder ien fan de kategoryen 'wit net' of 'oars' (ynklusyf gjin ynformaasje jûn). Hoewol't de skriuwers wat faker 'nee' op de stelling antwurden (71,7%) as de lesjouwers, fielden de lêsten ek yn mearheid (54,2%) net foar dialektseleksje (en mar 13,6% wie der foar). Dat binne oantallen en antwurden dêr't men wat mei kin, tinkt my.

Sa geane ús beswieren tsjin dialektseleksje tebek op 7 (de opstellers fan de Oprop […]) + de 104 ûndertekeners dêrfan (eins mear, want by de ûndertekeners fan ús beswieren sitte ek trije organisaasjes), in grut part fan 144 oare bewuste en kundige brûkers fan it Frysk en noch wer oare minsken dy't ferstân fan it Frysk en de Fryske taalsituaasje hawwe (bygelyks de troch my oanhelle Jan Jelles Hof). Wat kinsto dêr foaroer stelle? Dyn eigen miening, dy fan fjouwer Akademy-meiwurkers en in inkelden-ien út it fjild dy't troch de FA rieplachte is.

Nochrisom: wêrom net in standertwurdlist

It is no op syn plak en gean fierder op de details fan dyn stik yn. Earst eefkes in meidieling foarôf: it is net sa dat ik yn it algemien tsjin (fierdere) standerdisearring bin, alles by it âlde litte wol (ik ha dat niis ek al eefkes neamd), allinnich standerdisearring moat fia in ferstannige wei ferrinne. Ik kom dêr noch wol op.

Alderearst dan ús punt dat der gjin needsaak ta dialektseleksje is omdat de taalkundige ferskillen tusken de belutsen dialekten sa lyts binne dat se eins noait oanlieding ta misbegryp jouwe. Do ropst as reaksje dêrop hiel entûsjast: as dy ferskillen dan sa lyts binne, "kin men dus maklik op skrift ien foarm as standertfoarm kieze, om't dy net fier ôfstean sil fan de fariant fan in oare brûker fan it Frysk." Watst ferjitst, is dat yn ús plannen de taal net oer de kop helle wurdt en yn dinent krekt wol, wy jouwe rêst, do soargest foar ûnrêst, ûnnedige en djoere ûnrêst (sjoch ek Henk Wolf). Om dy sels eefkes oan te heljen (en foar ien kear te pleagjen): 'ûnbegryplik' datst soks oer de holle sjochst.

It twadde argumint moat ik wat djipper op yngean. Dat joust, om te begjinnen, net goed wer. Wy skriuwe: - "Der is taalkundich sjoen gjin ferantwurde kar te meitsjen tusken de ûnderskate dialektfarianten. Elke list sil hieltiten wer grutte willekeur sjen litte […]. De FA soe net oarder en regel skeppe, mar gaos. Dat kin in wittenskiplik ynstitút as de FA him net feroarloovje, en de dochs al kwetsbere Fryske taalmienskip kin dat net drage." Do

fersmellest ús punt ta: - "As men ta wol op in standert, hokker dialektfariant soe men dan foar kar nimme moatte om wat regaad te meitsjen yn de besteande 'gaos' yn learmiddels en oare teksten? Want dat is de besteande situaasje."

It giet yn dit argumint net allinnich en net primêr om ûnderwiislearmiddels, mar om it yngripen yn de taal, op in wize dy't ûnwittenskiplik en dus ûnferantwurde is. De kearn fan it probleem hjirre is nammentlik dat der gjin goed te beredenearjen kar falt te meitsjen. Hokker kritearium oft men ek kiest (bygelyks âldens fan in foarm, ôfstân ta it Nederlânsk, frekwinsje), de útkomst sil altiten wêze dat noris in Klaaifryske, dan wer in Wâldfryske foarm ta standert ferheft wurdt. Oars sein: der ûntstiet in standert dy't net ien Frysktalige út himsels praat of skriuwt. Dat is de bêste manier om de Fries fan syn eigen taal te ferfrjemdzjen. Der is noch wat: de omfang fan de yngreep. Soe it om in inkeld gefal gean, dan mocht it noch hinnebruie, mar ik ha okkerlêsten op in sneintemiddei foar mysels samar in list fan in lyts 500 foarbylden gearstald. Dat oersjoch is noch lang net folslein, net allinnich omdat ik der mar eefkes mei dwaande west ha, mar ek omdat by hast elke foarbyld noch tsientallen fergelykbere gefallen neamd wurde kinne. Nim no bygelyks it iennichste foarbyld dat de FA jout: 'romte' – 'rûmte'. Under de tsjinstelling 'o' (Klaaifrysk) – 'û' (Wâldfrysk) foar 'm' falle bygelyks ek 'krom', 'plom', 'prom', 'rom', 'skom', 'kom' (objekt), 'klomje', 'krommel', 'romte', 'tomme' en har Wâldfryske wjergaders.

En der spilet hjirre noch wat: asto dan dochs standerdisearje wolst 'om regaad te meitsjen' yn de besteande 'gaos', dan kinst it fansels net by dialektferskillen litte (dy't oars ek al net beheind wurde kinne ta de tsjinstelling Klaaifrysk – Wâldfrysk). Ik tink datst dêrbûten op syn minst safolle fariaasje fynst. Ik neam, allinnich mar by wize fan yllustraasje: meartal op -heid of -ens (bygelyks 'dúdlikheid' – 'dúdlikens'), meartal op -en of -s (bygelyks 'boeten' – 'boetes'; 'oersettingen' – 'oersettings'; 'earmen' – 'earms'), substantyf op -Ø of op -e (bygelyks 'ear' of 'eare'), ferskillende doetiidsfoarmen ('gong' – 'gie'), komparatyf mei -er of -der ('fûler'- fûlder') en alle fergelykbere gefallen. Dan lit ik de hûnderten 'losse' gefallen noch gewurde (bygelyks 'allinnich' – 'allinne'). Earlik sein tink ik dat net ien (ik sels dus ek net) op dit stuit in goed idee hat fan it kwantum oan fariaasje yn it Frysk (ek yn de skriuwtaal). Dêr soe unifoarmiteit yn oanbrocht wurde moatte? Dat freget jierren en jierren wurk, ûnder de besteande omstannichheden ûnfruchtber wurk.

Ik kom by it tredde argumint. Wy stelle dat der gjin needsaak ta dialektseleksje is omdat der (hjoeddedei) amper sosjale ferskillen tusken de brûkers besteane. Dyn reaksje: - "Dat betsjut dat der dus net diskriminearre wurdt en sosjaal sjoen in groep minder achte wurdt as de oare. Om dy reden kin der skoan dialektseleksje plakfine, mei't sa net ien mear as minder achte wurdt. De akseptaasje fan dialektseleksje wurdt sa allinnich mar grutter." Eefkes foar de dúdlikheid: ûnder normale omstannichheden binne it krêften út de maatskippij (ekonomysk, sosjaal, kultureel) dy't standerdisearringsprosessen op gong bringe (ik kin dêr no net op yngean, mar sjochris nei de besteande fakliteratuer foar bygelyks it Nederlânsk). Yn de Fryske situaasje hat net ien groep dialektbrûkers dy macht. It gewoane patroan soe no dus ynienen trochbrutsen wurde troch it fan boppenôf oplizzen fan in standert, troch in Fremdkörper dus. Do sjochst hjirre nei taal as in meganysk gehiel, sûnder rekken te hâlden mei de sosjale kontekst. Sa'n opfetting komst net fier mei.

Us fjirde argumint komt derop del dat by ynfiering fan de FA-plannen alle besteande teksten (yn literatuer, wurdboeken, grammatika's, ûnderwiismateriaal, op websiden ensafuorthinne) ynienen net mear goed wêze soenen. Wy skriuwe wer net watsto derfan makkest: - "It liket

my net wierskynlik dat alle teksten ynienen ûnbegryplik en ûnlêsber wurden binne. De measte lju sil it sels amper opfalle."

Der sitte oan dit fjirde beswier trije kanten: kosten, praktyske problemen en status. De kosten tinkst wol hiel maklik oer: "Alle feroarings (of fernijings) kostje wat tiid en grif ek jild." – It sil yn de praktyk om tonnen, miskien sels wol miljoenen gean. Alle materiaal foar de groepen oan wa't de standert oplein wurdt (amtlik ferkear en ûnderwiis) sil oanpast of fernijd wurde moatte. Itselde jildt foar de besteande taalnoarmboarnen (wurdboeken, grammatika's, staveringsmetoaden). Amtners en ûnderwizers sille byskoalle wurde moatte. Dêr kin net mei wachte wurde. As de nije standert al ynfierd wurde soe, kin de provinsje gjin gat ûntstean litte tusken de datum fan ynfiering en it beskikber hawwen fan it nije materiaal en it by de tiid bringen fan amtners en ûnderwizers (dat soe de 'bêste' manier wêze om de eigen besluten ûnderstek te dwaan.) Omdat it jierren duorje sil ear't alle materiaal oanpast wêze soe en al it personiel byskoalle, ûntstiet der in lange oergongsperioade fan wol in beslút, mar noch gjin ynfiering. Dat liket my net sa handich, om marris in understatement te brûken. En as tredde de status. Hoewol't bygelyks literêre teksten (dy't it hert en de siel fan de besteande standert foarmje) net ûnder it nije bewâld falle soenen, sil net ien skriuwer wiis wêze mei de feroaringen: syn teksten binne ommers ferâldere, falle net ûnder de nije standert, hawwe minder oansjen.

Us fiifde argumint seit dat de nije standert taalbrûkers ferfrjemdzje sil fan har eigen, ieuwenâlde, goedfryske foarmen. Ek hjirre joust ús wurden net goed wer: - "Lykas ik earder skreaun haw, sjoch ik net fuortdaliks yn dat de Frysk-prater ynienen de foarm 'rûmte' brûke sil, wylst er wend is 'romte' te brûken, sadree't er dat foar it earst op skrift stean sjocht." De FA-plannen slaan op it skreaune Frysk en dêr jildt ommers de ferplichting foar (tenearsten dus noch foar it ûnderwiis en it amtlik ferkear, mar de ambysjes fan FA en fan dy sille grif fierder gean). Dat it Frysk as sprektaal net botte feroarje sil, leau ik ek wol, mar is yn dit ferbân net fan belang. De amtner of ûnderwizer dy't Frysk skriuwe moat, sil dus wol deeglik fan syn eigen taal ferfrjemde wurde.

Ik kom by it lêste punt, it didaktyske aspekt. Dêrby is ús grutste beswier dat "by it Frysk skriuwen learen tenei elke Frysktalige eigen wurden en foarmen ôf- en ûneigen oanleare [moat]". Ek hjirre joust wer in nuvere draai oan wat wy skriuwe: - "Wat 'ûneigen' is, is yn it Frysk lykwols hiel betreklik. In Frysktalige soe yndied ynterferinsjes ôfleare moatte en yndied standertfoarms oanleare." Ik ha niiskrekt al opmurken dat it by dit argumint net om ynterferinsjes giet, sterker noch: ik ha der net iens oan tocht (ynterferinsjes foarmje in hiel oar sjapiter en in hiel oar (en wol reëel) probleem). En wat bedoelst mei it 'hiel betreklike' fan it ûneigene? Ik soe nochris ferwize wollen nei de tûzenen ûneigen foarmen dy't elke fan-hûs-út Frysktalige amtner of ûnderwizer aanst by it Frysk skriuwen leare moat. Dat is net te dwaan en ik doar dy hjirre wol in foarsizzing te dwaan: as der al in ferplichting fan hegerhân komme soe, dan rint it allinnich al fanwegen de ûnmooglikheid om al dy ferplichte foarmen te learen op neat út. Sels de nuetste amtner of trouste ûnderwizer sil dat net slagje.

Sa bliuwt der fan dyn ferwar mar in bytsje oer, bêste Geart. En hoe sit it mei dyn winsk om dy 'konformistysk' op te stellen en 'in soarte fan gouden middenwei' te finen, in kompromis te sluten mei al dy minsken dy't har tsjin dyn opfettingen fersette? Ik ha dy foarnimmens net yn dyn stik weromfine kinnen. Ik ha my fierder ôffrege hoe't it mooglik is dat de meiwurkers fan de FA mei sokke plannen komme kinne. Hat it mei har wurk te krijen? Se hawwe, faak tsientallen jierren, dwaande west mei it gearstallen fan wurdboeken. Tinke se

dêrom dat se ek Frysk meitsje kinne, sûnder rekken te hâlden mei de taalwerklikheid bûten de muorren fan de Fryske Akademy?

De Fryske Akademy, en: hoe no fierder?

Bêste Geart en alle oaren,

Alle oaren ek, want as der ien ding de ôfrûne moannen bliken dien hat, dan is it wol dat standert en stavering fan it Frysk ûnderwerpen binne dy't ûnder in protte minsken libje. It lit sjen dat taal fan ús allegearre is. Sa heart it ek. Allinnich al om dy reden moat de Fryske Akademy weromkomme op har plannen: beide ûnderwerpen binne oant no ta yn fierstente lytse (want eigen) rûnte besprutsen. De reaksjes op de Akademyplannen litte ek noch wat oars sjen: sels by in betreklik ienfâldich en beheind ûnderwerp as de foarnommen staveringsferoaring hat de Fryske Akademy de saken net goed útsocht (tink bygelyks oan 'ik droech', mar 'ik ha drûgen').

Dat probleem spilet noch folle mear by taalnoarm en taalstanderdisearring. Ik ha tsien jier lyn in wiidweidich artikel skreaun oer 'Ferantwurding en útwurking fan noarmaspekten yn it Hânwurdboek I-11 en yn it WFT' (*Us Wurk*, jrg. 52 (2003), s. 19-76. Yn dat artikel haw ik, mei oan de hân fan hûnderten wurden, ûndersyk dien nei noarmaspekten en noarmopfettingen yn de neamde (kearn-)wurdboeken fan de Fryske Akademy. In pear belangrike konklúzjes wienen dat: a. de wurdboekmakkers amper it probleem fan de komplekse noarmproblematyk (taspitst op dialektfariaasje en ynterferinsje) oan de oarder steld ha, lit stean problematisearre, bygelyks yn de foaropwurden; b. (mei as gefolch fan a.) der grutte ferskillen tusken de neamde boarnen binne yn de beskriuwing fan wurden wêrby't dialektfariaasje en ynterferinsje in rol spylje, sels tusken diel I en II fan it Hânwurdboek (dat dochs as in ienheid jilde moatte soe). Oars sein: de eigen, mar dus net goed dúdlik makke, miening fan de wurdboekskriuwer hie grutte ynfloed op de brûkte taalnoarm.

Ek doe hat de Fryske Akademy de diskusje (as dy der al west hat) yn eigen hûs hâlden en net reagearre op myn artikel (dat yn in serieus wittenskiplik tydskrift ferskynd is). En ek no hawwe wy net in stik fan de Fryske Akademy sjoen oer de wittenskiplike, dat wol sizze de talige én sosjale, achtergrûnen fan taalnormearring en standerdisearring (yntern skynt in notysje fan ien side te sirkulearjen). It sil dúdlik wêze: it ûnderwerp fan taalnoarm fertsjinnet noch hiel wat ûndersyk. Dêrby moat de Fryske Akademy de doarren iepensette, prinsipieel de diskusje oangean wolle mei (ek net-Fryske) saakkundigen oan hegeskoallen en universiteiten én mei it 'fjild', mei belanghawwenden as ûnderwizers, skriuwers, amtners, de 'gewoane' Fryskskriuwers.

Hoe moatte wy no fierder? Ik herhelje hjirre nochris de Oprop dy't wy op 5 juny oan Provinsjale Steaten oanbean hawwe (en dy't doe ek op dizze webside publisearre is). **Behein de opdracht oan de Fryske Akademy ta wat ynearsten de bedoeling wie: it meitsjen fan in (digitaal) Frysk Grien Boekje, op basis fan de besteande stavering.** Dêr is dus hielendal gjin staveringsferoaring foar nedich en al likemin in net trochtochte en dus net te motivearjen yngreep yn taalfariaasje. Sa'n betreklik ienfâldich boekje – en op grûn dêrfan in staveringshifker, ek brûkber foar Mac en foar de sojale media – is wól ferlet fan. Boppedat

kin dat op betreklik koarte termyn klear en binne de kosten oer te sjen.

It is noch net te let. De Fryske Akademy soe ek no noch gehoar jaan kinne oan alle (goed motivearre) beswieren dy't de ôfrûne moannen tsjin har plannen ta staveringsferoaring en standerdisearring nei foaren brocht binne. It is ek te hoopjen dat de Fryske Akademy begrypt dat net samar foarbygongen wurde kin oan it massale protest út fermiddens fan wittenskip, ûnderwiis, kultuer en skriuwerswrâld. Mar mochten dy wil en wiisheid ûntbrekke, dan is it tiid dat de provinsjale polityk yngrypt en dêrmei it Frysk en syn brûkers behoedet foar grutte skea.

Pieter Breuker

Mear tiid feroarings Frysk

29 juny, 2013 - 08:19 -
Der komt mear tiid om ta in goeie oplossing te kommen foar it meitsjen fan in nije Fryske staveringshifker, de standertwurdlist en feroarings yn de stavering fan it Frysk. De Fryske Akademy kaam earder yn opdracht fan de provinsje mei in foarstel hoe't je soks oanpakke moatte en advisearre ek feroarings yn de stavering fan in tal wurden.

Neidat de steaten dêrmei akkoart giene, ûntstie der fûl ferset by in groep wittenskippers en skriuwers. De feroarings soene tefolle fan boppe ôf oplein wurde. Derom nimt deputearre De Vries no mear tiid.

De Vries sei freedtejûn op in diskusjejûn oer de nije stavering wol ta dat der foar 1 oktober in nije staveringshifker komt, omdat benammen it ûnderwiis dêr ferlet fan hat. Dy staveringshifker wurdt dan folle mei de besteande wurdlist sûnder feroarings yn de stavering. De diskusjejûn yn sealesintrum 'It Aljemint' luts sa'n hûndert minsken. Under harren wiene Fryske skriuwers, minsken út it ûnderwiis en ek fertsjintwurdigers fan de politike partijen yn de steaten.


DE NIJE STANDERT
DY NIJE STANDERT, IK HUF HIM DER YN!
GOJIRA
OCH, OCH, WAT SOE DAT JONKJE NO...
MAR WAT FYNT DE READE BWARRE?
BEK HÂLDE EN SKRJOWE
(©) Cornelis van der Wal

In tiidpaad graach. En jild.

Posted on 29 juny 2013 by Daam

Lêsten, om krekt te gean op 30 april, skreaf ik: 'Al mei al is it fansels sa dúdlik as wat dat dy staveringswizigings troch gean sille.' Ik kom dêr aanst op werom.

It goede nijs is dat der in by-de-tiid-brochte staveringshifker komt. Dat is teminsten goed nijs foar lju dy't dêr ferlet fan hawwe. Sels brûk ik sok ark net om't ik allergysk bin foar reade baren ûnder wurden mar ik gun wa't tinkt wille fan dat ding te hawwen soks wol. Wat dan wol wer moai wêze soe as der no ek ris besletten wurde soe dat de ynstituten dy't soks beöarderje moatte ferplichte wurde it ding fannijs by de tiid te bringen as mynhear Gates wer ris oar iten op tafel hawwe wol. Oars liket it krekt as rinne wy hjir allegeduerigen efter de feiten oan en dat is net goed yn it ramt fan de útspraak fan – al wer – de rûnom achte hear Koen Eekma: 'Wy wolle graach dat it Frysk in taal is'. Dêr sit in nuvere dûbelde betsjutting yn en in ûndertoan fan komsa mar ik soe sizze: doch dêr dan ferdomme wat oan.

De staveringswizigings en foar 't neist de standerdisearring ek geane dus troch. Dat meitsje ik teminsten op út de ferslachjouwing. It iennichste is dat der mear tiid nommen wurde sil. Foar oerlis. Der is dus besletten – nee, der is neat besluten mar sa wurdt ús oer in moanne as wat foarholden – dat der yngeand oerlis west hat en dêrfandinne in kompromis ôfakkoarte. Dan kin eins ek nimmen mear tsjin wêze. It is polityk fansels ek hielendal net mear te ferkeapjen dat it hiele feest oer giet.

Wa't dan noch al tsjiniggewearret is net konstruktyf.

Moai, ik bin sa konstruktyf as wat en gean akkoart mei wat wizigings om't ik noch wol in lyts bytsje betrouwen ha yn mannen as Goffe en Henk. Dat ik sels dy wizigings yn myn uterings ek trochfiere sil is in twadde.

Foar dy konstruktive opstelling wol ik al wikseljild sjen en ek dêryn binne ik ree ta kompromis. Net alle boeken fan de lêste 30 jier hoege nij, it hinderet neat dat minsken wat boeken yn âlde stavering yn de kast ha te stean. Mar dy fan de lêste tsien jier (dan komme wy tink út op in jier as sân) moatte al fernijd en gratis (dat is fergees) beskikber steld wurde. Op fertoan fan it eksimplaar yn de dan âlde stavering.

En dy eask kin net fan kant skood wurde troch wat Koen Eekma foar de radio ferkundige, te witten dat de Afûk alle jierren de kursusboeken al fernijd. Dat lycht er, it iennichste wat sawat alle jierren fernijd wurdt binne de hantliedingen dêr't yn ferwiisd wurdt nei oare learmiddels!

Om it noch mar net te hawwen oer oare learmiddels, lykas skiednisboeken en – jawol – wurdboeken. En dan ha wy it noch allinnich oer dat hantsjefol folwoeksenen dy't Koen Eekma betsjinnet.

Wy hawwe ek noch sokssawat as skoallen, sawol basis- as fuortset ûnderwiis. Dat wit Koen Eekma allegear wol mar dat ferswijd er foar it gemak allegear om de diskusje te fersmoargjen en kreaze stikjes yn de krante sette te litten mei djoere wurden as 'fasilitearjen'.

Dy bern, learlingen, studinten en ôfstudearren lêze ek allegear boeken. Dat binne nochal wat as wy it oer de lêste tsien jier hawwe. Moatte allegearre fernijd wurde.

Mar ik bin konstruktyf: gean jim gong, graach in tiidpaad. Yn de goede folchoarder en om de deale it jild net ferjitte.

It soe in meunsterlik knappe operaasje wêze: in staveringshifker net by de tiid hâlde kinne mar dit al oprêde.

Niets definitief beslist ove

SIETSE DE VRIES

LEEUWARDEN - Felle emoties en haatmails horen bij groene boekjes en andere spellingkwesties. In het provinciaal debat vrijdag werden die enigszins gekanaliseerd.

Anne Dykstra van Fryske Akademy was degene die de haatmails kreeg. Hij hoort bij het driemanschap van de Fryske Akademy dat in opdracht van de provincie aan een standaardwoordenlijst werkt, die als basis moet dienen voor een spellingchecker en een Groen Boekje voor de Friese taal. Nadat Provinciale Staten eind april akkoord was gegaan met het voorstel van de Fryske Akademy brak de hel los. 'Spoek' zou ter wille van de consistentie voortaan als 'spûk' moeten worden geschreven en zo waren er nog vele aanpassingen. Dykstra zei blij te zijn dat er zoveel mensen naar het debat waren gekomen. „Op 3 apil by de steatekommisje wie der gjin inkelde ynsprekker. Doe tocht ik: it kin net ien mear wat skele."

De standaard die de Akademy heeft vastgesteld heeft veel reactie opgeroepen, maar volgens Dykstra kan niemand iets tegen zo'n standaard hebben. Die is er al lang en die geeft veel gemak, omdat iedereen elkaar daardoor snapt. „Elkenien brûkt dy ek. Ik skriuw 'skreaun', mar ik sis 'skrowen'."

De bedoeling is met de standaardlijst zoveel mogelijk aan te sluiten bij de bestaande praktijk. In de databank van het Wurdboek fan de Fryske taal komt 'ûnder' 28945 keer voor tegen 'onder' 2009 keer en wint 'romte' het met 2870 vermeldingen

er Friese spelling

ruimschoots van 'rûmte' met 385.

De aanwezigen konden zich goed vinden in de uitleg van Dykstra. Maar dat konden ze zich ook in die van zijn opponent, taalkundige Henk Wolf. Hij vindt dat door die standaardisering - wel 'romte' en niet 'rûmte' opnemen - mensen vervreemden van hun eigen Fries. Bovendien vindt hij het niet verstandig het bekende woordbeeld al te zeer te veranderen.

Bij dat laatste vond hij hoogleraar Goffe Jensma aan zijn zijde. Hou rekening met de velen die die de taal slechts sporadisch schrijven, zei hij. En neem dialectische varianten zoveel mogelijk op, aldus Jensma.

Gedeputeerde Jannewietske de Vries stelde de ongeveer tachtig aanwezigen aan het eind van de avond gerust dat er nog niets definitief is beslist. Bovendien zegde ze Jan Schotanus van het Skriuwersboun toe dat er op 1 oktober weer een Friese spellingchecker is. De bestaande werkt alleen op een oud Wordprogramma. Als de nieuwe lijst nog niet klaar, komt de oude woordenlijst in die spellingchecker.

'Ik zullen wel gek wezen'

It fersyk om in protestbrief te ûnderskriuwen wie op in meeladres terjochte kaam dat ik hast nea brûk, sadwaande reagearje ik wat let op in oprop oan Provinsjale Steaten tsjin de nije staveringsfoarstellen. Hawar!

Yn it algemien haw ik neat tsjin ferbettering fan de stavering fan in taal. Mar hiel faak is der gjin sprake fan ferbettering, wurde nije regels net konsekwint tapast en ûntsteane hieltyd wer oare útsûnderingen. Wat in ferbettering wurde moast blykt in nije tizeboel op te smiten. Sjoch wat in rommeltsje se der yn it Nederlânsk fan makke hawwe mei dy n fan 'panne[n]koek'!

In libbene taal is net in kreas betocht spultsje. Taal is bytiden bryk, krûm, ferrassend, ûnbegryplik, plat, lyrysk ensfh. Dêr falt neat oan te dwaan. De minsken geane dochs wer op 'e rin mei de taal, de taal is net fan saakkundigen, mar fan de brûkers. Moai ynkonsekwint is bygelyks it tele/tille-ferskynsel. Guon wurden krij allinne tele, oaren allinne tille en dan is der noch in kategory dy't tele & tille beide foarop sette mei. Dat soe wol wat ienfâldiger kinne, mar wat kin 't skele, de ien wol dit, de oar dat. wêrom soene wy ús fêstlizze yn griene boekjes, yn wurdboeken yn stiennen tafels leafst. Soe it Frysk brûkt wurde foar de kommunikaasje tusken fleantúch en ferkearstoer of yn de operaasjekeamer, dan soe men wat rjochtliniger wêze moatte. No is der neat op tsjin en jou de minsken de frijheid om te praten en te skriuwen sa't se mar wolle.

Wat makket it út oft immen tillevyzje of tillefyzje skriuwt? Of kemper foar camper, meel foar mail, ks foar kompakt skiif/cd of reels foar rails. En is it net aardich as der ris hiel gewoane wurden brûkt wurde, mar dy't jin net begripe? Doe't wy yn Aldwald te wenjen kamen kaam der in skarrelder oan 'e doar. Oft ik ek weinrodden [syn dees klonken hast as tees] hie. Ik sei nee, mar wist net wat it mantsje bedoelde. Ik hold it mar foar Wâldpiketaal. Krekt as De Westereen en in stikje bole. Yn myn wurdboeken kin ik weinrodden net fine.

Trinus Riemersma brûkte foar de Reade Bwarre in hiel eigen, tige ôfwikende stavering. Dochs is it boek útroppen ta it bêste dat de Fryske literatuer fuortbrocht hat. As dat kin wêrom soene gewoane lju dan net de frijheid hawwe sels te besluten oer de tillefyzje/tillevyzje-kwestje en oare staveringsstikken?

De iennige oplossing om wyldgroei, dûbelsinnichheden, ynkonsekwinsjes, yn de stavering tsjin te gean is alhiel op 'e nij begjinne. Lear Esperanto of in oare keunsttaal. Dan stiet it hoe en wat fan it begjin ôf oan fêst. Dochs doar ik te wedzjen dat it gjin hundert jier duorret en der ûntsteane dochs wer nuvere útsûnderingen, ynkonsekwinsjes yn de stavering. Dat is it moaie fan taal! Och, eins binne dy staveringspetearen neat mear as nifelwurk, it hat net folle om 'e hakken.

It wurdt pas echt ynteressant as de yngreep wat djipper dolt, lykas dat snoade jonkje docht yn in ferhaal fan Gust Gils. Hy moat neibliuwe op skoalle om't er syn spraakkeunstoefening net klear hat. Hy seit: 'Ik vragen mij af waarom het moeilijk moeten als het eenvoudig ook kunnen, ik vinden dus dat die hele vervoeging overbodig zijn.' Hy freget master oft dy it mei him iens is, is syn idee ûnreedlik? 'Neen, dat vinden ik niet, zeggen meester, al geven ik toe dat ik het nog nooit zo bekijken hebben. Gij hebben gelijk, daar vallen heel veel voor te zeggen.' Mar as master de ymplikaasjes yn him omgean lit mompelet er: 'Ik zullen wel gek wezen. Als men de vervoeging afschaffen zitten ik zonder werk.'

Johannes Beers

Net foar de pûs.....

07/07/2013

Fan in ôfstân haw ik de diskusje oer de staveringswiziging folge. Ik wol net pretindearje dat ik op taalkundich mêd genôch ûnderlein bin om foaroan te rinnen yn sa'n diskusje. Ik haw lykwols in niget oan it Frysk – sprutsen en skreaun – dy't boppe dy fan de measte Friezen útgiet, dat de diskusjejûn yn It Aljemint fan 28 juny, dêr woe ik wol even by wêze. It die bliken dat it net allinnich om staveringswizigings gie, mar ek om in staveringshifker en in standertwurdlist.

Ik fûn it ferhaal fan Anne Dijkstra fan de Fryske Akademy helder en sterk. Der hat genôch ûndersyk west ombygelyks 'romte' oan te wizen as standert, gewoan, om't it yn de praktyk al jierren mear brûkt wurdt as 'rûmte'. It is gjin optinksel fan de Akademy, it is al praktyk. In standert is der wat it skriuwen oanbelanget eins al lang en dochs praat elkenien noch hieltiid syn eigen Frysk!

It ferhaal fan Henk Wolf wie fan in oare oarder. Wat my bybleaun is, is dat alle minsken (ek) leare fan it wurdbyld sa't men dat yn boeken sjocht en in wiziging fan it wurdbyld soene syn NHL-studinten net oankinne. Fierders driget de NHL alle Fryske boeken yn de mediateek fuort te smiten as der in staveringswiziging trochfierd wurdt. Sa pleitet Wolf der ymplisyt foar de Fryske taal te befriezen. Nea wer wizigings, want de arguminten fan no, sille ommers yn de takomst like goed jilde. Alle feroarings freegje gewenning fan de brûkers en as se dat net oankinne….

Ik wie dêr net op myn plak. It wie in diskusje fan akademisy mei – faak akademysk foarme – skriuwers en learaars. Ik bin gjin fan beide, spitigernôch. It iennichste – nochris – is myn grutte ynteresse yn it Frysk. No hie ik ferwachte dat ik misskien gjin dielnimmer oan de diskusje wêze kinne soe, mar dat de diskusje wol oer my gean soe: is de gewoane man dy't tusken alle Hollânske taaluterings om him hinne, dochs besiket him hjir en dêr yn de Fryske taal te út te drukken. Soe hy dêrby holpen wêze mei in standertwurdlist, inkelde staveringswizigings en in staveringshifker? Dat soe de fraach west hawwe moatte, net wat de akademisy der fan fine.

Ik bin fan betinken dat it ûntbrekken fan in standert yn it Frysk, de taal op efterstân set hat. Mei arguminten oerde skientme fan it dialektysk ferskaat en de rykdom oan foarmen fan it Frysk, is it risseltaat wurden dat 'anything goes', alles kin, niks is ferkeard, of sa as Fedde Dijkstra, myn Afûk- dosint alle kearen útlizze koast: 'it is net ferkeard, it is in dialektyske fariant'.

Sa lang as der gjin standert is, moat ik dus eins trije dialekten leare, om saken net troch inoar

te heljen, want alles mei, ast mar konsekwint bist. Mar wat is konsekwint? Foar ien dy't nij is yn de taal (sa as (at?) ik wie en my noch hieltyd (hieltiid?) fiel) is dy Fryske taal, dêr't ik fereale op rekke, in kompleks wiif no't ik der mei boaske bin*!

Nim de staveringsregels om de trije klanken hinne dy't no sa bediskusearre wurde . It twalûd /u.Ə/ dat skreaun wurdt mei 'oe' as yn 'skoech'. Wy hawwe in koarte /u/ dy't ek (!) mei 'oe' skreaun wurdt (droech), of mei 'û', as yn 'kût'. Dan is der ek noch in lange klank /u:/, dy't ek mei 'oe' of mei 'û' skreaun wurde kin (resp. 'koeke' en 'gûne). Ik sil hjir net besykje de regels derfoar ut te lizzen, want nochris: it is foar gewoane minsken net te dwaan.

Ik hâld net fan babbelegûchjes yn staveringsregels, dat in nije Fryske staveringsregel dy't begjint mei 'as yn it Nederlânsk….', dy wol der by my net yn. Om't de akademisy alle kearen op 'e nij in griemmank fan staveringsregels op it aljemint bringe (haadregels mei tal fan útsûnderings), doch ik ek mar ris in útstel foar de stavering fan dizze trije klanken.

Ienfâldich en doeltreffend: koarte /u/ wurdt konsekwint skreaun mei 'û'. Dat sil it wurdbyld fan guon wurden feroarje, mar Henk Wolf en syn studinten moatte mar even yn in soere appel bite. Twads, it twalûd /u.Ə/. Dêr is fansels mar ien mooglikheid foar en dat is de 'oe'.

Dan wurdt it ynteressant, want om betizing foar te kommen wol ik de 'û' en de 'oe' ekslusyf hâlde. De lange /u:/ mei wat my oanbelanget ek wol yn de skriuwwize dúdlik meitsje dat it in lange klank is. Ik soe dêrom Trinus Riemersma en Tony Feitsma eare wolle mei de formele yntroduksje fan de 'ûû' yn de Fryske stavering.

Al mei al, staveringshifker: fansels. Standertwurdlist: ûnmisber. Staveringswiziging: op himsels gjin probleem, mar net dizze wizigings. It giet my net fier genôch, it kin folle better en ienfâldiger.

** Ik bin no in 'affêre' begûn mei it Deensk. Ik fyn har wol oantreklik, net sa kompleks. De ferfoeging fan tiidwurden is bygelyks oeral itselde: jeg snakker, du snakker, er snakker, vi snakker....*

Foto: Koen Eekma (Afûk), Henk Wolf (NHL), Anne Dijkstra (FA) en Goffe Jensma (RuG), 28 juny

http://johannesbeers.weebly.com/6/post/2013/07/net-foar-de-ps.html

Pieter Breuker 08/07/2013 02:12

Bêste Johannes, Do hast in opmerklik stik skreaun, yn ferskillende opsichten. Ik sil besykje om it koart te hâlden. Alderearst seist in pear kear datst eins net oardiele kinst oer de diskusje oangeande stavering en standert. Likegoed dochst net oars. Joust ek in kundich oardiel? Om mei it ienfâldichste te begjinnen. Oan 'e ein fan dyn stikje komst op de stavering fan de û-lûden. It giet fuort al mis. De 'oe' yn 'skoech' is net in twa-, mar in lang ienlûd. Dan wolst in oplossing jaan foar de stavering fan de trije û-lûden, mar do hast it allinnich mar oer it koarte û-lûd en oer it twalûd. Hoe soest it lange û-lûd skriuwe wolle (lykas yn 'lûd)? En hast wol werklik neitocht oer de konsekwinsjes? Sa soe it yn dyn plannen net om inkelde, mar om tûzenen wurden gean. En krekt do beklagest dy oer it no al komplekse wiif dêr'tst mei boaske bist (mar blykber ferlitst foar har noardliker suster; warskôging: ast aanst al mei har skriuwe kinst, wol dat net sizze datst ek mei har prate kinst). Mar it slimste is datst suggerearrest dat in staveringsferoaring allinnich mar eefkes in kwestje fan wennen is. Ik soe sizze: Jehannes, gean al dy arguminten nochris nei dy't de ôfrûne moannen tsjin in feroaring neamd binne en meld dy dan wer. Itselde jildt foar dyn ynbring oangeande de standert. Litst it by it ûnderwilens deaskreaune 'romte –

‘rûmte’ en dan neamst ek noch mar ien aspekt dêrfan. Ik leau graach dat ‘romte’ yn it skreaune Frysk faker foarkomt as ‘rûmte’, mar dat is net de diskusje. Gean ek hjirre nochris yn alle rêst de arguminten tsjin it opromjen fan ‘rûmte’ (of ‘romte’ nei) en gean op basis dêrfan de diskusje mei akademisy oan (dy’tst blykber net sa heech hast). En dan dizze sin: ‘In standert is der wat skriuwen oangiet eins al lang en dochs praat elkenien noch hieltiid syn eigen Frysk!’ Is der no wol in standert (wat myn miening is, al jout dy yn fergeliking mei ‘grutte’ talen as it Ingelsk, Spaansk en ek it Nederlânsk in protte romte oan fariaasje), is der dus no wol in standert of net, dêr’t de rest fan dyn stik oer giet. Ek it ferbân tusken it skreaune en it sprutsen Frysk datst yn de krekt oanhelle sin leist, set my oan it tinken. Do witst dochs dat it Frysk primêr in sprektaal is? Ast it no moai fynst of net (mar dat is net it punt), yn dy sprektaal is in protte romte foar dialekt- en oare fariaasje. Dyn stik jout my ek noch gelegenheid om hiel eefkes yn te gean op in wol faker brûkt argumint tsjin de opfettingen fan ús aksjegroep (en dêrmei ek tsjin dy fan al ús meistanners). Do skriuwst dat Henk Wolf ymplisyt foar it befriezen fan it Frysk pleitet: ‘Nea wer wizigings’. Wat de stavering oangiet: nee, op dit momint gjin feroaringen, alteast net dy feroaringen dy’t de Fryske Akademy bepleite hat. It lak wurdt sa djoerder as it brief. Kinne (en moatte) foar de stavering noch regels fêstlein wurde, foar de standert leit soks hiel wat komplekser. De kearn fan de rinnende diskusje oer de standert is dat de FA taal as in systeem besjocht, dêr’t nei eigen foarkar en ‘logika’ oan ‘boud’ wurde kin, wylst taal e k in sosjaal fenomeen is, dat woartelet yn in mienskip. Taal en dêrmei de standert krije dus alderearst har foarm troch de taalbrûkers (neist de ‘gewoane man’ bygelyks ek de sjoernalist, skriuwer, amtner, wittenskipper én ynkommeling). Dêrby is taal altiten yn beweging (der falt dus neat te befriezen). It is de moaie en wittenskiplike taak fan de FA om taal te beskriuwen, net om foar te skriuwen. Dat is in putsje foar taalideologen. Dêrmei komt de diskusje op in oar ‘nivo’. Pieter Breuker

Henk 08/07/2013 05:44

Myn pleit wie rjochte op dy "gewoane man". Dy man - of frou - dy't grut wurdt en bestiet yn de libbene taalwerklikheid. In werklikheid mei ferskaat. In werklikheid mei in grut ferskaat yn de sprektaal en in wat lytser ferskaat yn de skriuwtaal. In werklikheid dêr't "romte" gebrûkliker is as "rûmte", mar dêr't "rûmte" ek bestiet, by it praten en by it skriuwen. As "rûmte", dat neffens de FA yn sa'n 10% fan de gefallen foarkomt, bûten de skriuwtaal keard wurde soe, dan wie dat wis wol in "optinksel fan de Akademy" (jo wurden). Ik ha der net foar pleite om de Fryske taal te befriezen, ek net ymplisyt. Ik ha der wol eksplisyt foar pleite om de stavering te befriezen. Dat binne twa ferskillende saken, sa't elk fan de sprekkers dy jûns eksplisyt oanjûn hat. Wizigingen yn de stavering hawwe neidielen foar learders, grutte neidielen sels, net allinne foar myn studinten, mar foar dy hiele mienskip fan sa'n hûnterttûzen minsken dy't Frysk skriuwe kinne en foar elk dy't it noch leare wol. It kin wêze dat it wizigjen fan de stavering op in bepaald stuit foardielen hat dy't grutter binne as dy neidielen. Miskien binne dy der, mar ik ha se noch net heard, fan jo ek net. Neam se my en ik praat der graach mei jo oer fierder. Ik begryp ek net wêrom't de hjoeddeiske brede standert "it Frysk op efterstân set hat". Lis jo my ris út wat dat dan foar achterstân is, want ik sjoch him net. Ja, it dialektysk ferskaat is in probleem foar de learder, dat jou ik fuort ta. Mar it bestiet. Jo en ik kinne in nauwe standert mei minimale fariaasje ôfprate, fansels. En jo kinne dy leare. Mar de taalmienskip lit him dy standert net optwinge. Hy soe folslein keunstmjittich wêze. En myn opfetting fan ûnderwiis is dat it learders taret op de praktyk, net op it learen fan in keunstmjittige standert. Om jo eigen metafoar te brûken: jo boaskje it wiif mei al har gritsen en gratsen of jo bliuwe frijfeint. As jo har nimme sa't se is, groeit se miskien stadichoan nei jo ta. Besykje jo om har de wet foar te skriuwen, dan is de leafde gau oer.

Ferslach staveringsoerlizzen 25 novimber, 13 jannewaris en 3 febrewaris 2013 - 2014

Oanwêzich: Henk Bloemhoff (foarsitter), Tsjerk Bottema (provinsje), Hanno Brand (FA), Pieter Breuker, Fedde Dijkstra, Pieter Duijff (FA), Anne Dykstra (FA), Frits van der Kuip (FA) André Looijenga, Jan Schotanus, Hindrik Sijens (FA), Geart Tigchelaar, Koos Tiemersma, Henk Wolf (3 febrewaris net mear oanwêzich) en Harmen Akerboom (provinsje, not.)

Opmerking: de wurklist is opsteld troch (technysk)foarsitter Henk Bloemhoff, dy't him betsjinne fan it Nederlânsk. Sadwaande is de wurklist Nederlânsktalich. Om't syn ynbring op haadlinen yn it ferslach ferwurke is en net yn sitaten, is dy (yn oerienstimming mei de oare ynbring) Frysktalich makke.

Earste oerlis fan 25 novimber 2013

1. Opening: wolkom troch foarsitter Henk Bloemhoff. Hy stelt dat wy hjir sitte yn oprop fan deputearre. Hy leit de struktuer fan de gearkomste út en wol graach mei in iepen mind begjinne. As ien noch wat op it hert hat, sis it, wy moatte yn iepen sfear mei-elkoar prate. Hy stelt út om te dookjen. Hy sil sels Nederlânsk prate.

2. Korte kennismakingsronde. Bepraat wurdt wa't men is, hokker achtergrûn en belutsenheid men hat.Pieter Duijff, Hindrik Sijens, Frits van der Kuip, Anne Dykstra (projektlieder) en Hanno Brand wurkje allegear by de Fryske Akademy (tenei FA).Geart Tigchelaar is ûnderwizer Frysk.Fedde Dijkstra wurket al 27 jier foar de Afûk, hat in staveringsboek skreaun en wurket as tolk en juridysk oersetter.Pieter Breuker: hat Frysk en Nederlânsk studearre, wurke oan de RuG en hiel lang kolleezjes jûn oangeande stavering en standerdisearring. Is ek skriuwer fan koarte Fryske ferhalen, dus sit hjir ek as skriuwer.Henk Wolf: dosint Frysk oan de NHL oan minsken út it basisûnderwiis en jout kolleezjes by de earste en twadde graads learare-oplieding Frysk.André Looijenga: hat twa kear it Frysk diktee wûn, fan thús út net Frysktalich. Nei de beslútfoarming belutsen rekke.Jan Schotanus: hat 20 jier lyn al in resinsje oer de staveringshifker skreaun. Stelt dat de FA wichtige taak hat de digitale en leksikografyske wrâld byelkoar te bringen. Hy hat as earste frege om in Grien Boekje, dêr is grut ferlet fan. Mar net noarmatyf.Koos Tiemersma: direkteur yn it basisûnderwiis en skriuwer fan boeken en e-books.Henk Bloemhoff: technysk foarsitter en Stellingwerver. Pensjonearre haaddosint Nederlânsk en histoaryske taalkunde.

Anne Dykstra: projektlieder Taalweb. Seit dat it ûnderwerp ferskate kearen yn de krante stien hat en it hat op in filologenkongres oan de oarder west. It moat dus earder ien opfallen wêze.

Pieter Breuker: stelt dat de FA de opdracht fan de provinsje feroare hat en der in folslein eigen ynterpretaasje oan jûn hat. Hja hawwe sels besluten ta staveringsferoaring en standerdisearring.

Anne Dykstra leit de opdracht út. De FA soe de opdrachten feroare hawwe. Hy hat lykwols twa kear útlein yn de steatekommisje dat der keazen wurde moast foar in standert. De FA hat dat sels net feroare. It ferplichtsjende karakter fan de standertwurdlist, wat yn de ynlieding fan it advys stie, is der al ôf. Yn it *Groene Boekje* steane ek de staveringsregels. Dy binne foar it Frysk noch nea op in rychje set. Dat hat de FA al dien en doe kamen sy der efter dat bepaalde saken net doogden en dat it mis gie. By de steateleden hat de FA de konsekwinsjes fan de opdracht oan de opdrachtjouwer útlein.

1

3. Besluitvormingstraject ('stafasa'):Harmen Akerboom jout in taljochting: De provinsje hat de FA ein 2011 opdracht jûn ta it meitsjen fan in Grien Boekje, in staveringshifker en in oersethelp. De oanlieding wie de Te Gast fan Jan Schotanus en de skriftlike fragen dy't de Provinsjale Steaten hjiroer stelden. Dêr waard yn frege om in 'offisjele wurdlist foar de Fryske taal'. It kolleezje fan Deputearre Steaten hat doe oanjûn om mei de FA yn petear te gean om te hifkjen oft der breder ferlet bestie fan in "grien

boekje foar it Frysk". Dy petearen hawwe laat ta in subsydzje-oanfraach troch de FA, dy't honorearre is mei in beskikking en opdrachtferliening. De FA is mei dy opdracht úteinset en kaam der yn de rin fan it trajekt efter dat de skriuwwize fan guon wurden dy't opnaam wurde moasten yn it Griene Boekje, net skreaun waarden neffens de jildende staveringsregels. Sadwaande kamen hja op 18 jannewaris 2013 mei it advys en pas de staveringsregeling oan. Dit advys is op 13 febrewaris 2013 yn in iepenbiere ynformearjende steatekommisje B&M bepraat, wêrby't de FA in presintaasje jûn hat oangeande harren plannen en wêrby't de PS-leden fragen stelle koenen. De LC hat dêr de oare deis oer publisearre. Op 3 april 2013 is itselde advys ynklusyf PS-útstel behannele yn in iepenbiere advisearjende steatekommisje, wêrby't de mooglikheid bean waard oan ynsprekkers om harren sjenswize op it útstel hearre te litten. Dêr waard gjin gebrûk fan makke. Op 24 april 2013 hawwe Provinsjale Steaten unanym ynstimd mei it steate-útstel en op 25 april is de FA formeel op de hichte steld fan dit beslút en is fersocht om de standertwurdlist út te wurkjen neffens harren advys. In pear dagen nei 24 april is der stadichoan in protte opskuor ûntstien yn de media, oer it steatebeslút en it advys fan de FA. Dat protest is 'bondele' yn in oprop oan de leden fan PS, dat op 5 juny 2013 oanbean waard oan deputearre De Vries. Dy oprop mei beswieren wie troch mear as 100 minsken ûndertekene. Dat hat der ta laat dat de provinsje mei de FA op 28 juny 2013 yn it Aljemint in staveringsjûn organisearre hat, dêr't foar- en tsjinstanners fan de plannen harren fisy jaan koenen. Dy jûn liet in ferdield byld sjen. Oan 'e ein fan de jûn hat deputearre De Vries de konklúzje lutsen dat de FA de 'taaluny' foar it Frysk is, mar wol sykje moat om draachflak oangeande harren advys. De amtlike tsjinst hat yn dat ramt dit oerlis organisearre, om mei saakkundige foar- en tsjinstanners út de wittenskip, it ûnderwiis en de literêre wrâld wei djipper troch te praten oer de foarlizzende plannen.

De foarsitter stelt dat elkenien hjir foar himsels sit, al kin men wol foar in achterban prate. Syn ynskatting is dat it oerlis langer duorje sil as ien oerlis. Hy sil de lytsere punten earst oan de oarder stelle. Der wurdt ferslach fan dien en dit sil oanbean wurde oan de deputearre en Provinsjale steaten.

Anne Dykstra stelt dat it wurk fan de FA heakket salang't sy net witte wat der útkomt.

Pieter Breuker merkt op dat er twivel hat oer de brûkte terminology. Hy sitearret it advys fan de FA fan 18 jannewaris dêr't yn steld wurdt dat in 'Groen Boekje' in standertwurdlist is. Breuker sitearret dan it lêste stik fan de ynlieding fan it Groene Boekje: *'De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.'*

2

Neffens Breuker is it sykjen om mear draachflak foar it besteande advys it ferkearde útgongspunt. Hy kin net op persoanlike titel prate, want de tsjinstanners hawwe 100 oproppers achter harren en dêrmei in breed draachflak. Dat hja hjir no mei minder minsken sitte is ûngeunstich.

Henk Bloemhoff jout oan dat it net giet om mear- of minderheden, der wurdt ek net stimd. Der wurdt allinnich ferslach dien oan de deputearre en oan PS. Dizze groep moat dus wol mei-inoar fierder.

Jan Schotanus freget oft de standertwurdlist en de staveringswiziging ek los keppele wurde kinne. De FA kin ommers net fierder sûnder beslút. De FA docht in behyplike poging om taal yn regels te fangen mar dat is net maklik. Kin de FA ek earst de besteande listen gearfoegje en in Grien Boekje meitsje en dêrnei sjen oft de standerdisearring plakfine kin?

Anne Dykstra seit dat dit kin, mar dat der wol sjoen wurde moat hoe't bygelyks it ûnderwiis dêr op reagearret. Sy kinne ommers net twa kear in offisjele wurdlist útbringe. Hy is it fierders iens mei Pieter Breuker dat wy hjir binne om te praten oer in advys, net oer it besteand advys.

Henk Bloemhoff seit oer de proseduere, dat der net achter sletten doarren praat wurdt. De arguminten kinne wol nei bûten, hy wol dat seker net ôfdamme. Hy is al belle troch de televyzje mar wol der sels no net oer nei bûten.

Koos Tiemersma merkt op dat it sleuteljen oan staverings nea draachflak jout. De ferantwurdliken moatte in beslút nimme en dat moat dien wurde.

Hanno Brand wol graach fan grut nei lyts prate. Earst oangeande de haadlinen en dan moatte wy sjen nei de útsûnderings. Dus earst de prinsipes, dan de koherinsjes en dan de details. As de tsjinstanners oertsjûgjende arguminten hawwe moat de FA feroarje. Dat is in wittenskiplike diskusje en dan leit der ek in better wittenskiplik produkt.

4. De veranderingen m.b.t. /u(:)/. A. ± 20 x zien we voortaanoe, voorheen û, vbb. 'nieuw': kalmoes, foekepot; B. ±20 x zien we voortaan û i.p.v. oe, zoals in dûzebout, nûgje. (In geval van A en B is het etymologisch principe ingeruild voor de opvatting dat het Nederlandse woordbeeld een bep. type speller / lezer ondersteuning biedt); C. Onregelmatige werkwoorden houden oe in de niet-t.t. Op dit punt is er geen verandering.

Anne Dykstra seit dat de regels hjir tapast binne. It is hiel lestich dat droech en noegje der tusken sitte. Dat is spitich. As de FA frege wurdt om in regel te meitsjen, dan meitsje wy dy. Der wurdt tenei gjin rekkening mear holden mei it âldfrysk of it stedsfrysk. Sy wolle alles safolle mooglik gelyk hâlde.

Jan Schotanus seit dat stavering gjin wittenskip is, stavering is fan ús allegear. Yn hoefier litst de kosten meiweage yn de oerweaging, en kinst dy ôfweage, ek de maatskiplike kosten. Binne dy pear oanpassings genôch om dit no te dwaan en sokke kosten te meitsjen. Yn it Nederlânske taalgebiet dogge sy dat ek net mear. De 'út need berne' staveringsferoaring is te lyts om dy kosten te meitsjen. Lit ús libje mei de útsûnderings en meitsje wol in (digitale) list.

Anne Dykstra antwurdet dat alle arguminten fan Jan ek yn 1980 oanbrocht waarden.

3

Pieter Breuker seit dat it op it each faaks logysker liket, mar it is net wittenskipliker. Wy moatte rekken hâlde mei learberheid. Dy hinget net fan logika ôf. Tink mar oan de tiidwurdellinde. Yn 1980 is it Frysk as skoalfak ynfierd. Dat wie in geweldige oplibbing fan it skreaune Frysk. It Frysk stie der doe sterker foar as no. Jo moatte it lytse groepke minsken dat Frysk skriuwt net lestich falle mei in lytse feroaring. Dat kin it Frysk net drage. By in radikale wiziging soest der faaks noch oer neitinke kinne, mar dat kin it Frysk eins net oan. Sokke lytse feroarings moatte jo net oan begjinne.

Frits van der Kuip seit dat hy ek foar in ferienfâldiging is, fan bygelyks de 'ch'en de brekking. Dat wie lykwols net de opdracht.

Pieter Duijff stelt de fraach wêr't it idee wei komt om oan PS foar te stellen om op beheinde punten de stavering oan te passen. De opdracht wie in standertwurdlist of Grien Boekje meitsje. Jo moatte dêrby in kar meitsje, om't minsken ferteld wurde moat hoe't it Frysk skreaun wurde moat. De FA is doe mei faasje úteinset, want sy kamen der achter dat de opdracht net útfierd wurde koe. De stavering fan de klank 'oe' is in brij. Der binne regels dy't yn de praktyk net brûkt wurde. Nei lang prakkisearje tinke wy oan nije regels lykas útsteld, poer út de needsaak wei útsteld. Bern wolle in regel hawwe en bern wolle witte hoe't it moat.

Henk Wolf snapt it probleem. It giet om stadichoan groeide regels en hoe't it ea fêststeld is troch de polityk. Sjoch lykwols hoe't se dat yn it Nederlânsk oplost hawwe: mei in hiele lange taheakke en dêrop alle wurde mei ou, au, ij/ei, ensfh. Dêr hawwe se dus it oplost troch de regels op te jaan. Saken dy't je net ûnder in regel beflappe kinne, kinst op in aparte list sette. Dy list is net in Grien Boekje. Dat is yn it Nederlânsk ek sa. Yn dat foarbyld hawwe se it opjûn om dêr in regel foar út te finen.

Henk Bloemhoff seit dat der noch wol in regel út it ferline leit. Dêr moatst wol wat mei dwaan.

Anne Dykstra tinkt dat dat yndie sa is. It komt fuort út de opdracht fan de provinsje. Op it punt fan de oe/û moatst wat dwaan.

André Looijenga seit dat de kwestje “oe/û” is op te lossen troch in appendiks te meitsjen. It is in troch jo hiel graach oan de regels hâlde te wollen kreëarre probleem. De frjemde wurden binne echt dreech, en dêr moatst it wol oer hawwe.

Hanno Brand stelt dat der sein wurdt dat it Grien Boekje ferplicht is. Dat is net sa, dat is no helder.

Pieter Breuker seit dat it ferlykjen mei oare talen mank giet. It Frysk stiet folle mear ûnder druk as dy oare talen. Elkenien moat Ingelsk skriuwe kinne. By it Frysk moatst it wolle, mar dy groep is hiel lyts.

Hanno Brand seit dat dit betsjutte soe dat it Frysk de kommende ieuwen net mear feroaret. Dat fynt er konservatyf.

André Looijenga wol net as konservatyf delset wurde, om’t sy net ynstimme wolle mei in lytse oanpassing. It probleem is op te lossen.

Fedde Dijkstra stelt dat it allinnich mar om in pear wurden giet. As wy dizze feroaring ynfiere hat aansens elkenien samar in nij wurdbyld. Dat is echt gjin probleem.

Jan Schotanus stelt dat feroarings konstant troch geane. By de oe/û is dat ek it gefal. Hy pleitet der foar om de besteande foarried byelkoar yn ien list te setten.

4

Pieter Breuker seit dat de diskusje giet oer twa saken. Op grûn fan de besteande regels kin der in wurdlist makke wurde, litte wy dêr fan útgean. Dat is de foardielichste oplossing.

Anne Dykstra seit dat dit no krekt net kin. Dy besteande regels smite neffens him problemen op, sadwaande is Breukers foarstel net mooglik.

Hanno Brand seit dat de FA frege is om in modern Grien Boekje te meitsjen. Dat freget om in krityske beskôging fan de regels. In ferienfâldiging makket it learen fan it taal makliker en hielendal by in lytse taal lykas it Frysk dy’t ûnder druk stiet is dat fan belang. Seker foar immen foar wa’t it Frysk de memmetaal net is, is dat sa.

Pieter Duijff stelt dat der sein wurdt dat wy witte hoe’t it moat. Der wurdt ferjitten dat *wy* witte hoe’t it moat, mar generaasjes nei ús witte aansens net hoe’t it moat. Wy wolle gjin útsûnderingen om’t wy de âlde regel net kwyt wolle. Bern wolle witte hoe’t it moat. Sis harren hoe’t it moat. Wy witte it wol mar der binne ek oaren.

Henk Wolf is it iens dat kommende generaasjes it noch leare moatte. De FA giet der fan út dat sy analisearjend leare mar wy hjir om tafel binne útsûnderings. Bern leare net neffens regeltsjes. Bern/studinten leare troch wurdbyld op te bouwen. Krekt de saken dy’t se troch regels leare moatte (bûging tiidwurden/brekking) dogge se net goed. Dêrom moatte wy net te folle oan it wurdbyld komme.

Fedde Dijkstra stelt dat it moaie is dat de nije regel no alles beflapt. Dy pear wurdsjes merkt net ien wat fan. Dizze oanpassing giet Dijkstra noch net fier genôch.

Henk Bloemhoff seit dat de folgjende kear ek sjoen wurde sil nei standerdisearring.

Pieter Breuker fynt dat de stânpunten reedlik útwiksele binne. Hy wurdt pleage troch it probleem dat wy sitte mei in beheinde groep en op persoanlike titel. Der is net ûndersocht hoe’t it draachflak leit by bygelyks it ûnderwiis en de amtnerij. Ek de kosten binne net ûndersocht. Dit is temûk regele.

Koos Tiemersma seit dat it kostenaspekt by de provinsje leit, dat is hielendal net oan ús en heart net yn dizze diskusje. Draachflak sil der net wêze by de tsjinstanners en dat bliuwt ek sa. Eltse

staveringswiziging ropt altyd wjerstân op.

Anne Dykstra makket grut beswier tsjin it wurdsje ‘temûk’. Sa wurdt de regeloanpassing neffens him absolút net ynfierd, der is yn alle iepenbierheid oer praat en oer besluten. Dêrneist hawwe de tsjinstanners har sels net oppenearre by de beslútfoarming.

Henk Bloemhoff konkludearret dat it in djipgravend petear west hat, dat wie goed en it is goed om mei-elkoar yn petear te bliuwen. Hy stelt út foar in folgjende datum te soargjen om dan djipper yn te gean op de oare wurklistpunten.

Twadde oerlis fan 13 jannewaris 2014

Henk Bloemhoff hjit elkenien wolkom, allinnich Jan Schotanus is net oanwêzich. Schotanus hat fia de mail wol in fraach ynbrocht, dy’t yn dit oerlis behannele wurde sil.It oerlis giet fierder wêr't wy de foarige kear bleaun binne. De FA sil in taljochting jaan oan hân fan .ppt

Henk Wolf freget oft hy in omparterke omjaan kin. Dat is fansels goed.

5

Henk Wolf ljochtet it ta. Fan de wurden dy’t dêr opstean, freget er him ôf hoe’t dy neffens de FA yn line mei har advys aanst stavere wurde moatte soene. Sit der in ûndûbelsinnige redenaasje achter hoe’t dy wurden tenei skreaun wurde moatte?

Pieter Breuker en André Looijenga pleitsje beide nochris om te folstean mei in listke fan útsûnderings.

Anne Dykstra jout in presintaasje en set útein mei de fraach wa’t perfoarst gjin staveringsferoaring wol. André Looijenga en Pieter Breuker fine dy fraach net relevant. Der leit in advys fan de FA. Henk Wolf wol de besteande praktyk net feroarje, it feroarjen fan regels op papier hat er minder beswier tsjin. It giet him om it wurdbyld. Dêr slút André Looijenga him by oan.Anne Dykstra stelt dat men dus net prinsipieel tsjin feroaring is. Hy giet dêrop yn op de kwestje oe-û.

FA hat it advys sa formulearre, om't hja graach in goed systeem opleverje wolle. It handichst wie west om der net oer te praten. By de FA binne hja lykwols wittenskippers, en dus hawwe hja it rapportearre oan provinsje. Miskien rinne sy noch tsjin wol mear yndividuele problemen oan. Jo kinne it ek by it âlde litte: in nije regel mar fuortdalik mei 60 of mear útsûnderings.

Fedde Dijkstra freget him ôf wêr’t wy ús no drok om meitsje. Wy sitte te wachtsjen op helderheid.

Koos Tiemersma hat ferlet fan in goed Grien Boekje. De FA is neffens him net bûten har opdracht gien; it is in gefolch fan de opdracht. Hie de FA it oars opleverje kinnen? Wat de útsûnderings oanbelanget, seit er dat der yn it Nederlânsk ek regels binne, mar dat dy’t ek wer útsûnderings hawwe: bygelyks de tusken-n. It is “apenhok” mar “koninginnedag”. Hy soe him foarstelle kinne dat de hiele stavering ûnder loep nommen wurdt.

Henk Bloemhoff bringt de skriftlike opmerking fan Jan Schotanus yn: *Wêrom wie by it meitsjen fan it Hânwurdboek in pear jier lyn dy needsaak noch net oanwêzich? Doe gong it om in op papier útfierd neislachwurk, dat jierren de standert wurde moast. No giet it om in yn earsten digitaal wurk, dat dus yn de rin fan de jierren wol hiel maklik oanpast wurde kin.*

Anne Dykstra seit dat it Frysk dat hy leard hat yn it WFT telâne kommen is. Hy tocht as stu- dint dat syn heechlearaar it wol wist, lykas alle oare heechleararen. Mar net ien wist hoe't it siet, de dosinten Frysk ek net.

Henk Wolf seit dat er Anne hiel goed snapt. De FA woe it wurdbyld rêde, mar hat doe likefolle nije problemen kreëarre. Sjoch nei it listke wurden op papier dat omparte is. De FA hat net lang genôch

neitocht oer de regeloanpassing; dat docht bliken út guon fan foarbylden. Hy stelt de fraach hoe't it bygelyks sit mei it (Nederlânske) wurd 'poekie'?

Oer dy opmerking wurdt diskusjearre, bepaalde wurden wurde bepraat. De FA bestriidt dêrby guon foarbyldwurden en jout oan de doetiid (folslein en ûnfolslein) allebeide yn it advys meinommen te hawwen.

Pieter Breuker wol it saaklik beprate. Elkenien hjir hat it it bêste mei it Frysk foar. Neffens de regels hat de FA ek wurden fout skreaun yn it wurdboek. Probleemgefallen wiene net sa earnstich en talryk om te sizzen: dat moat echt oars. Dan binne der wol oare saken yn de stavering dy't oanpast wurde kinne. It giet om praktysk lêst, net om prinsipieel lêst, net om saken fan logika.

6

Anne Dykstra stelt dat net ien wist hoe't it siet, de dosinten Frysk ek net. No't wy de regels opskriuwe moatte, komme wy der efter dat de regels ynkonsistint binne, en dêrom dit útstel ta in regeloanpassing dogge dat der op rjochte is dat der sa min mooglik feroare hoecht te wurden. Sy geane alle wurden by del, en by elk wurd geane sy nei hoe't en oft se oan de regels foldwaan kinne.

Pieter Breuker seit dat de wenstige praktyk net te beflappen is ûnder konstistinte regels. Lyk striken fan de wurden mei de regels freget in regelferoarings dy't mear skea as goed docht. Weaget it foardiel fan mear logika op tsjin in tradysje wêryn't it Frysk fan generaasje op generaasje leard wurdt? Is sa'n fersteuring fan wurdbyld dat wurdich? Wy moatte de problematyk yn syn gehiel besjen, as alle staveringsswierrichheden by de kop pakt wurde, besjen oft it de muoite wurdich is om de regels oan te passen. Wy moatte op grûn fan it sa folslein mooglike materiaal in beslút nimme.

Anne Dykstra seit dat it net is dat FA it wol, it folget út de opdracht. Yn it advys wurdt in dúdlike regel foarsteld mei lytse konsekwinsjes foar de stavering fan it Frysk. It is in foarriedich útstel, wy kinne noch saken tsjinkomme. Sy binne der lykwols net op út saken te feroarjen.

Pieter Breuker is it iens mei it feit dat as logika tapast wurdt, der saken feroare wurde moatte. Dat hat gefolgen foar it besteande wurdbyld, dêr't generaasjes oan wend binne.

Tsjerk Bottema freget oft Breuker der faaks foar pleitet om de wenstige praktyk yn regels te jitten? Breuker antwurdet fan nee, dat slagget net.

Fedde Dykstra freget wêrom't wy ús noch langer oan regels hâlde soenen dêr't wy ús net oan hâlde? De flaters fan 1976 wurde no lyk strutsen.

Koos Tiemersma seit dat der dan faaks dochs in grutter wizigingsfoarstel komme moat.

Anne Dykstra bringt yn dat derek guon minsken binne dy't sizze dat dizze wizigingsfoarstellen lang net fier genôch geane. Gryp no dizze kâns om alle swierrichheden (lykas brekking, ensfh.) yn de stavering oan te pakken. Wat fynt de provinsje dêrfan?

Tsjerk Bottema seit dat de provinsje sa min mooglik feroarje wol. It giet har om nije digitale ynstruminten dy't de Friezen brûke kinne, net om it folslein oanpassen fan de stavering.

André Looijenga is net tsjin op in regeloanpassing, salang't dy mar safolle mooglik yn oerienstimming binne mei de besteande praktyk.

Hindrik Sijens seit dat as dizze regeloanpassing ferwurpen wurdt, der wol mei in oare oplossing foar it probleem kommen wurde moat. Dy oare oplossing, dat alternatyf hat er noch net heard.

Henk Wolf konkludearret dat de minsken fan dit oerlis ferskille yn ferwachting hoe bot it wurdbyld feroaret nei oanlieding fan de troch de FA foarstelde regeloanpassing.

Pieter Breuker fynt dat regels dy't alles tichttimmerje, net mooglik is. De regels fan 1945 en 1976

moatte wy net feroarje, wy moatte op grûn fan dy regels de diskusje fiere. Wat is der dan op grûn fan dy regels mis, meitsje in goede ynventarisaasje fan wurden, en weagje dan de arguminten foar en tsjin; tsjin dy eftergrûn. Dat freget even mear tiid. Gean út fan de regels sa't wy dy yn de praktyk tapasse, lykas Fedde dy yn syn staveringsboekje hat. Sjoch dan hokker swierrichheden dat opsmyt, ynventarisearje dat, en kom mei in oplossing.

7

Anne Dykstra stelt dat sy alle wurden by del geane. Dykstra en syn kollega's sille alles tsjinkomme en sjogge dan oft it passet yn it systeem.

Hindrik Sijens seit dat der ynkonsekwinsjes yn de wurdboeken sitte. Hokker kar moatte sy dan meitsje?

Henk Wolf seit dat jo besykje kinne om de saak op te sykjen mei de regels, en jo kinne de saak oplosse troch te kommen mei in list fan útsûnderings. Stel no dat de list fan feroarings dy't optrede sil troch de regeloanpassing langer wurdt as de list fan wurden dy't op grûn fan de hjoeddeistige regels ferkeard stavere wurde, is it dan ek in opsje om net mei in regeloanpassing te kommen?

Fedde Dijkstra docht in útstel: gean út fan it útstel fan de Akademy, in regeloanpassing dy't der op rjochte is de wurden te skriuwen sa't wy wend binne. Wat ûnder de (oanpaste) regel te beflappen is, beflappe wy der ûnder, en wat der net ûnder te beflappen is hâlde wy sa't it no is. Net ien wol ús wurdbyld fersteure. Mei oare wurden: stel wol nije regels op en pas logika ta. As in wurd net ûnder logika falle kin, meitsje dan in útsûndering. It effekt is dêrmei tige beheind.

Henk Bloemhoff werhellet dat útstel en ynventarisearret wa't hjir mei ynstimme kinne soe.

Henk Wolf fynt it foarstel fan Fedde Dijkstra hiel ridlik, mar hy is bin bang dat der úteinlik in list fan wurden útkomt dy't net ûnder de regels beflapt wurde kin dêr't wy it dan wer net oer iens binne.

Geart Tichelaar kin it no noch net oanjaan. It moat gjin swierrichheden opsmite foar minsken dy't it Frysk noch leare moatte.

Koos Tiemersma kin folút ja sizze, want hy kin it útlizze. It is foar him in wurkber foarstel. De diskusje heart by de FA thús, dêr sit de saakkundigens.

André Looijenga kin der net foar wêze, omdat guon heechfrekwinte wurden dan wol binnen de regels falle en dus oars stavere wurde moatte; dêr kin hy net mei ynstimme.

Fedde Dijkstra is fansels foar it útstel. Oan it oars staverjen fan heechfrekwinte wurden bist ommers sa oan wend, krekt omdat se heechfrekwint binne.

Pieter Breuker kin op dit stuit gjin ja tsjin dit foarstel sizze fanwegen in tekoart oan ynformaasje. Berikke jo mei dizze regeloanpassing wol it effekt dat jo der fan ferwachtsje? Hy wol earst in bettere ynventarisaasje hawwe. Hy stelt dat dit net betsjut dat hy úteinlik nee seit.

5. Het grafeem iuw wordt voortaan in alle desbetreffende woorden gebruikt. Daardoor wordt in geval van drie woorden de traditie 'met ieu ' verlaten en het grafeem ieu verdwijntdaarmee; voortaan kennen we dus: iuw, Siuwsk, Hebriuwsk.

André Looijenga is tsjin it ferdwinen fan "iuw", dêrmei wurdt it wurdbyld tefolle fersteurd. It kin as in lytse útsûndering bêst bestean bliuwe.

Pieter Breuker stelt dat dit probleem besjoen wurde moat yn it ramt fan it gehiel. As isolearre gefal is hy tsjin dizze feroaring. Nee dus, hy wol it besjen yn it ramt fan in bredere ynventarisaasje.

8

Pieter Duijff seit dat dit yn 1945 al beëage wie. Doe binne alle wurden feroare nei de skriuwwize fan ‘iuw’, mar hja hawwe trije wurden fergetten (ieu, Hebrieusk en Sieusk). Mei dit útstel wurdt de betizing fuortnommen.

Koos Tiemersma is foar.

Geart Tichelaar is foar.

Fedde Dijkstra is foar.

Henk Wolf is tsjin, fanwegen tefolle fersteuring fan it wurdbyld.

Hanno Brand stelt dat der praat wurdt oer konsekwinsjes en rigels. As wy werom geane wolle nei wurden en net nei rigels komme wy der net út. Utsûnderings bliuwe der altyd.

André Looijenga is der net op tsjin dat regels oars ferwurde wurde, wol dat wurdbyld feroaret. De Fryske taal hat neffens him ferlet fan stabiliteit.

Hindrik Sijens soe graach in konkrete oplossing foar it probleem fan de FA formulearre sjen. Lis dat ris op tafel. Doch dat dan mei ús, dat is wat de FA besocht hat.

6. Keuze van het woordgebruik: standaardisatie door selectie van dialectvarianten; hoe en waarom wel of juist niet.

Pieter Breuker fynt dat der in Grien Boekje komme moat, mar net in standertwurdlist dy’t njonkenfoarmen útslút. In Grien Boekje is regels tapasse op wurdnivo. Standerdisearring is kieze foar ien wurdfoarm.

Anne Dykstra sil de folgjende kear in powerpointpresintaasje jaan. De FA wurket mei in taaldatabank, dêr’t de frekwinsje yn skreaun korpus Frysk fan 24 miljoen wurden byhâlden wurdt. De frekwinsje dy’t dêr útkomt is dus basearre op wat Friezen sels skriuwe.

Pieter Breuker wol graach helderheid oer de kritearia om wurden al as net yn de standertwurdlist op te nimmen, wêrom’t in standertwurdlist der überhaupt komme moat (want dat is wat oars as in grien boekje neffens him), en hy wol graach ynformaasje mei elkoar diele. Hy freget om foar de folgjende gearkomste in oersjoch beskikber te stellen fan alles wat der spilet en de konsekwinsjes ynsichtlik te meitsjen fan itjinge dat der no bepraat is.

Henk Bloemhoff betanket elkenien foar de goede diskusje. Harmen sil de de presintaasjes dy’t oan Provinsjale Steaten jûn binne omstjoere.

Tredde oerlis fan 3 febrewaris 2014:

Agenda: opening:

Henk Bloemhoff hjit elkenien wolkom en meldt de ôfwêzichheid fan Henk Wolf. Hy hat maild oer syn ôfwêzichheid, Harmen hat elkenien dêr oer ynformearre. Henk Wolf hat fan ‘e moarn noch in wiidweidige notysje mei alderhande fragen stjoerd as bydrage oan dit oerlis.

9

Pieter Breuker makket in punt fan oarder, hy wol oare gearkomste hawwe dan wat neffens de wurklist de planning is. Hy kin in WOB-fersyk dwaan, hy miende dat it gean soe om advys fan de FA en it steatebeslút. De ôfspraken dy't yn de opdrachtbrief fan de provinsje oan de FA stiene fan desimber 2011 en it steatebeslút fan 24 april 2013 sette neffens him alles yn hiel oar deiljocht. Wêr hat de provinsje him oan bûn? De brieven jouwe neffens him oanlieding ta misferstannen en ferskil fan miening. Ear't er noch fierder meidocht oan dit oerlis, wol er earst witte wêr't wy oer prate, soks op basis fan komplete dossiers. Breuker wol de status fan de stikken witte en de krekte ôfspraken dy't der makke binne. De FA moat no ris in folslein oersjoch jaan fan alle ynformaasje. It giet om tûzenen gefallen, Breuker freget om dúdlikheid te jaan.

Tsjerk Bottema docht de oprop om it no net tefolle oer de prosedure te hawwen, dat is mei de earste gearkomste al bard, mar om ynstee dêrfan fierder te praten oer de ynhâld.

Harmen Akerboom jout oan dat de provinsje de stikken dy't te krijen hawwe mei it Griene Boekje en de standertwurdlist fansels wol beskikber stelle wol. De oarspronklike opdrachtbrieven hat er al nei Henk Wolf stjoerd.

Hanno Brand soe graach in definysje hawwe fan in Grien Boekje, hawwe wy it hjir oer itselde?

Pieter Breuker seit dat der net in fatsoenlike diskusje mooglik is, om't der te min ynformaasje is.

Henk Bloemhoff stelt foar om dochs op basis fan de ynformaasje dy't der leit de gearkomste yn te gean.

André Looijenga seit dat er de yndruk hat dat de FA sels saken yn de opdracht fytst hat, bygelyks standerdisearring.

Anne Dykstra sitearret it brief fan de provinsje oan de FA fan 6 desimber 2011, dêr't de 'oanhâldende ûnwissens oer de taalnoarm' letterlik ynstiet. Hy jout oan dat er alles twa kear oan PS presintearre hat. Hy hat in ynlieding foar PS yn de steatekommisje jûn, dy tekst is mei de stikken meistjoerd. Der is ek al hiel faak oanjûn dat it aspekt 'standert' en 'ferplicht' der ôf is.

Harmen Akerboom jout oan dat de provinsje al by de staveringsjûn op 28 juny 2013 yn it iepenbier oanjûn hat dat der misbegryp ûntstien wie oer in opleine standert, of ferplichte wurdlist. De provinsje leit gjin ferplichting op oan oerheid en ûnderwiis en regionale farianten wurde ek net ferbean.

Hanno Brand stelt dat taal hjir no isolearre wurdt. Op it stuit dat der gjin oerienstimming is oer ien skriuwwize, is dat net goed foar it Frysk sels. In standert hat fertuten dien; it wurdt op ien wize ûnderwiisd op skoallen. Achter it taalweb moat in systeem sitte. It is in online produkt, dus hiel dynamysk.

André Looijenga fynt dat dit in sterk ideologysk kleure stânpunt is fan Brand.

Anne Dykstra jout in powerpointpresintaasje oer de wurking fan de staveringshifker binnen it taalweb. Underwilens bringt er ek in brief foar fan Douwe Kootstra fan it Taalsintrum Frysk fan Cedin. Dy fynt in standertwurdlist nuttich foar it ûnderwiis. It wurket neffens him taalbefoarderjend. It Groene Boekje hat ek earst in jier proefdraaid, dêr wie ek krityk op.

Fedde Dijkstra fynt it in ideale metoade, dy't no presintearre wurdt.

10

Anne Dykstra lit sjen dat men net allinnich fan in njonkenfoarm nei de standert feroarje kin, mar ek fan in hollanisme nei it Frysk.

Pieter Duijff komt werom op it brief Cedin. De minister jout opdracht ta it meitsjen fan eksamens. De minister konstatearret dat eksamenteksten hiel ferskillend binne, dy jouwe ferskillende foarmen fan it Frysk. De minister seit dat "in 2015 de standaardnorm voor het Fries wordt gehanteerd".

Andre Looijenga is bang dat de minister ferkeard foarljochte is.

Jan Schotanus seit dat de FA op de stoel sitten gean moat fan wat Van Dale yn it Nederlânsk docht. Wy hawwe net sa folle teksten yn it Frysk. De Fryske situaasje is min te ferlykjen mei it Nederlânsk. De ynspeksje hat toetsen nedich. Wy kinne de toets net oerlitte oan de ynspeksje. De provinsje krijt ek ferantwurdlikheid ûnderwiis, dus moat dêr útspraak oer dwaan. Schotanus pleitet foar in wiidweidige knop yn de staveringshifker, dy't regionaal ferskaat sjen lit. It wichtigste is dat der in goede list komt dy't elkenien brûke kin. Wêrom is dizze diskusje net fierd by it Hânwurdboek?

Anne Dykstra tocht dat it Hânwurdboek fan 2008 al krityk oproppe soe, mar dat is net bard. Hjoed de dei of hjoed-de-dei, plan-út of plan út?

Andre Looijenga freget nei de streekjes, dat is in staveringskwestje. Hoe sit dat?

Pieter Duijff seit dat sûnt de 19e ieu der nea in folsleine beskriuwing jûn fan de stavering op mêd streekjes west hat. It wie in kwestje fan oanpassing op oanpassing. As de FA de saak klear hat komme sy mei in totale beskriuwing, yn de ynlieding. It wurdt allegear tapast. Wat der net wie koene wy ek net tapasse.

Henk Bloemhoff ynventarisearret de mieningen fan de oanwêzigen fan wat sy fan it produkt fan de FA fine. It is in miening, net in advys of beslút. Binne jim hjir foar?

Pieter Breuker fynt dat it ûnfolsleine ynformaasje jout. De FA jout net yn alle gefallen oan wat jo karakterisearje kinne en wêrom. Wêrom bygelyks net do en dû? Nee.

Fedde Dijkstra seit dat wat er sjoen hat in helder byld jout fan hoe’t de rest der útsjen sil. Hy hoecht gjin 100 foarbylden fan alderhande farianten. Hy fynt it goed dat der nei in standert wurke wurdt en tinkt dat der net folle dialektysk skreaun wurdt. Hy seit ja.

Andre Looijenga: de staveringshifker liket in goed stik ark. Mar de opsjes dy’t jo te sjen krije kinne arbitrêr wêze. Dêrom in foarsichtich nee.

Jan Schotanus: as staveringsferoaring en staveringshifker keppele binne: nee. Autokorreksje soe hiel maklik wêze kinne. Ja, mar ôfsjoen fan stavering.

Anne Dykstra antwurdet hjirop dat alles jild kostet, dus Schotanus syn winsk hat grutte finansjele konsekwinsjes.

Koos Tiemersma seit ja. Hy is hjir hiel wiis mei. Geart Tigchelaar is plat foar.

Anne Dykstra seit dat Henk Wolf in hiel goed stik levere hat. Hy seit ta dat alinea foar alinea nei te gean en syn fragen te beäntwurdzjen.

11

Hanno Brand seit dat fan in standertwurdlist faak sein wurdt dat dit te smel is. Mar wat as dy te breed is? Wat moat der dan allegear yn?

André Looijenga fynt dat alle foarmen dy't akseptearre binne om te skriuwen yn de standertwurdlist moatte.

3. De spelling van de bastaardwoorden / vreemde woorden.

Pieter Breuker wol graach oangeande de bastertwurden in folslein oersjoch fan de regels dêr’t de FA him op basearret, mei in útwurking op wurdnivo. Anne Dykstra antwurdet dat dit yn de reaksje op Henk Wolf syn stik oan de oarder komt.

4. Terugblik op de oe-kwestie: eventuele vragen naar aanleiding van het toegestuurde materiaal.

Beantwoording door de FA. Reactie van FA op het voorstel van Fedde Dijkstra.

Dit docht de FA ek skriftlik.

5. Nog eens de inventarisatie van meningen over het voorstel van Fedde Dijkstra (oe- kwestie) en over het FA-voorstel; hetzelfde over de iu-kwestie.

Der is neat feroare yn de stânpunten.6. Afronding gesprekken; wat gebeurt er na onze gesprekken? Uitleg door provincie.

Ofrûnje petearen: dit is it tredde en lêste petear. De FA wurdt frege en kom mei kommentaar op de fjouwer haadpunten. De FA hat dat tasein, ek middels de reaksje op Henk Wolf syn stik.

Harmen Akerboom jout it ferrin fan it fierdere proses oan. Nei ôfrin fan dizze oerlizzen is it oan de FA en ferwurkje alles wat der besprutsen is yn in oanpast advys. Hjir wol de amtlike tsjinst de steateleden graach oer ynformearje yn in steatekommisje. Foar't PS in definityf beslút nimme sil oer it einprodukt, wurdt de normale beslútfoarmingsproseduere trochrûn mei alle gelegenheid foar ynspraak, lykas de foarige kear.

Pieter Breuker wol dat der ek in antwurd komt op syn stik fan 29 jannewaris. Hy wol graach noch in ôfslutende fjirde gearkomste en net tenei alles fia de mail ôfhannelje.

Anne Dykstra jout oan ek dat mei te nimmen. Hy sil it stik fan de FA omstjoere, dan kin elkenien kommentaar jaan en moatte wy op basis fan dy reaksjes it lêste petear yngean.

Tsjerk Bottema seit dat de provinsje dat fjirde petear wol wer fasilitearje wol. Elkenien moat foar himsels de ôfweaging meitsje oft er hjir al as net by wêze wol.

Hanno Brand docht in berop op de liedende rol fan de foarsitter yn de kar fan saken dy't dan bepraat wurde moatte.

Henk Bloemhoff ynventarisearret wa't by in fjirde gearkomste oanwêzich wêze sil:

Koos Tiemersma wol komme, it hinget ôf fan de antwurden dy't komme. Frits van der Kuip komt.Geart Tigchelaar wol earst de stikken lêze.Jan Schotanus: ek sa.

Anne Dykstra jout oan dat wy it net oer it útstel fan Fedde Dykstra hân hawwe. André Looijenga en Pieter Breuker jouwe oan har net fine te kinnen yn it útstel fan Fedde Dijkstra. Fedde Dijkstra komt as hy kin.

12

André Looijenga komt wierskynlik wol. Pieter Breuker komt seker.

7. Rondvraag:Harmen Akerboom hat deklaraasjeformulieren foar de kilometerfergoeding omparte.

8. Sluiting ----------

13

De Standertwurdlist

Myn besykjen om troch gearfettingen en fragen mear ynhâld te jaan oan de diskusje oer de foarm fan de Standertwurlist en de plende staveringswizigingen

Henk Wolf
3 febrewaris 2014

Ynhâld

Ynlieding	3
1. Ofbeakening fan de diskusje	5
2. De wurkopdracht oan de Fryske Akademy	6
3. It ferplichtsjend karakter fan de Standertwurdlist	9
4. It staveringswizigingsfoarstel yn syn algemienens	10
5. De stavering fan de klank /u(:)/	13
6. De s/z/f/v yn ôfliedingen en gearstallingen	16
7. De stavering ieu en eau/eo	18
8. De didaktyske ûnderbouwing	18
9. Ferskaat	20
Taheakke A: Gearkomstestik by wurklistnûmer 10B fan PS-gearkomste fan 24 april 2013.	21
Taheakke B: Iepen brief oan Provinsjale Steaten, publisearre yn 'e Ljouwerter Krante op 1 maaie 2013.	23

Ynlieding

Yn 2013 en 2014 is yn Fryslân wakker diskusjearre oer twa mei-inoar gearhingjende saken, nammentlik in wiziging fan de offisjele staveringsregels foar it Frysk en it meitsjen fan in standertwurdlist dy't (al dan net offisjeel) in leksikale noarm stelt foar it skriuwen fan it Frysk. Ik bin fan beide saken gjin foarstanner. Yn ferskate artikels en op in staveringsjûn op 'e Fryske Akademy op 7 juny 2013 haw ik myn beswierren wiidweidich út 'e doeken dien. In grut tal oaren hawwe harren beswierren ek utere en taljochte. Foarstanners fan de staveringswiziging en de normearjende wurdlist hawwe harren arguminten ek utere.

Wat my yn de diskusje tige muoit is dat de provinsje Fryslân en de Fryske Akademy, dy't de plannen taret hawwe, net of amper ynhâldlik reagearre hawwe op de beswierren fan de tsjinstanners. Tagelyk haw ik de yndruk dat de tsjinstanners wol wiidweidich yngongen binne op de arguminten foar de plannen.

Ik hie de hoop en de ferwachting dat de staveringsoerlizzen fan 25 novimber 2013 en 13 jannewaris 2014 brûkt wurde soenen foar in ynhâldlik oerlis. Ik hope en ferwachte dat de grutte stream arguminten yn dy gearsitten òf wjerlein, òf ynskikt wurde soenen. Myn yndruk is lykwols dat dat net gebeurd is. Ik krige de yndruk dat didaktyske en ynhâldlike tsjinarguminten sûnder deroer nei te tinken oan 'e kant skood binne. Fierders ha de tsjinstanners nei myn betinken ferskate bonkjes fûn yn de plannen en dy yn de rin fan 2013 oan it ljocht brocht. Sa ha wy besocht om oannimlik te meitsjen dat de skatting fan it tal wurden mei û/oe dy't troch de staveringswiziging fan skriuwwize feroarje soenen folle grutter is as de FA tinkt. Yn it lêste staveringsoerlis kaam ta myn argewaasje doch wer de âlde en beheinde skatting fan de FA as argumint op 'e tafel, as hie dêr noait diskusje oer west.

Myn konklúzje is dat in diskusje sa't dy by de ôfrûne twa staveringsoerlizzen fierd is net wurket. It oerlis kostet in soad tiid en ik hie net rekkene op trije oerlizzen ynstee fan ien. Dêrom haw ik besletten om net mear mei te dwaan oan dy oerlizzen en de diskusje wer skriftlik en iepenbier te fieren.

In oar punt dat makket dat de diskusje net op gong komt is neffens my dat der oer ferskate saken misferstannen lykje te bestean. Ien dêrfan is essinsjeel foar in goede diskusje, nammentlik: wat is presys it ûnderwerp fan dy diskusje. Ik krij de yndruk dat dat net goed ôfbeakene is.

Om de diskusje op gong te helpen haw ik yn dit stik besocht om de kontroverzes op haadpunten gear te fetsjen en der fragen by te stellen dy't helpe om de diskusje op gong te bringen. Myn doel is om alle arguminten foar en tsjin de plannen helder te krijen, sadat PS úteinlik in goed oerwoegen beslút nimme kinne.

Ik wit dat de diskusje oant no ta geregeld frustraasje, argewaasje en oare emosjonele -aasje opropt, by alle partijen. Dat muoit my. Foarkomme kin ik it net, mar hooplik kin ik wat bydrage oan in goede harmony troch hjir nochris te beklamjen dat ik wit dat alle

dielnimmers oan it debat it goed foarhawwe mei it Frysk, dat ik net leau oan komplotten, dat ik my ferset tsjin alle foarmen fan skellerij en karaktermoard, en dat de diskusje wat my oanbelanget in ynhâldlike en akademyske diskusje wêze moat, mei as iennichste doel it fersterkjen fan it Frysk as skriuwtaal.

Mei freonlike groetnis,
Henk Wolf

1. Ofbeakening fan de diskusje

Op 24 april 2013 hawwe PS fan Fryslân ja sein tsjin in foarstel foar wiziging fan de offisjele stavering fan it Frysk, mei de opsje om "ein 2013 / begjin 2014" in "definitive oardering staveringsregeling" op te stellen, "wêrnei't de regels (yn oerlis mei it fjild) fan krêft wurde". It foarstel is dien troch de Fryske Akademy (tenei 'FA'), dy't de mooglikheid foar wiziging fan it foarstel "net útslút", mar "de kâns dat der noch oanfoljende oanpassings komme sille hiel lyts" achtet.[1]

It foarstel foar wiziging fan de offisjele stavering dêr't PS sa'n foarriedich ja tsjin sein hawwe is te finen yn de Steatestikken fan de PS-gearkomste fan 24 april 2013 en hat as wurklistnûmer 10B. Taheakke oan it stik is in eardere ferzje fan it foarstel fan de FA, datearre op 18 jannewaris 2013.

Mei't it stik fan 24 april 2013 (ynklusyf de taheakke fan 18 jannewaris 2013) it iennichste is dat troch PS behannele is, rjochtet alle krityk dy't ik jûn ha op de foarstelde wizigingen *an sich* him op de letterlike formulearring sa't dy yn dy tekst te finen is.

Myn opfetting is dat de staveringswiziging dy't by de staveringsjûn fan 7 juny 2013 en byde staveringsoerlizzen fan 25 novimber 2013 en 13 jannewaris 2014 bediskusjearre waard **inkeld en allinne** dy wiziging is sa't er letterlik yn it niisneamde dokumint fan 24 april 2013.

> Fraach 1.1 (oan FA en provinsje):
> Diele jim de opfetting dy't yn 'e foargeande alinea ferwurde is. Sa nee, hokker tekst stie dêr dan noch mear ter diskusje?

Nei ôfrin fan it staveringsoerlis fan 13 jannewaris 2014 ferwiet Pieter Duijff my en oare dielnimmers oan it debat dat wy ús rjochtsje op de letterlike tekst fan 24 april 2013. Myn ynterpretaasje fan syn boadskip is de folgjende: wy soenen der gjin rekken mei hâlde dat de FA in wiidweidige útwurking oan it skriuwen wie fan de nije staveringsregels, dy't liedend wêze soe foar de Standertwurdlist. Dy wiidweidige útwurking is lykwols gjin ûnderdiel fan de stikken dy't de dielnimmers oan de staveringsoerlizzen fan 25 novimber 2013 en 13 jannewaris 2014 krigen hawwe.

> Fraach 1.2 (oan FA):
> Is myn ynterpretaasje fan Pieter Duijff syn boadskip sa't dy yn de foargeande alinea beskreaun stiet korrekt? Sa nee, wat haw ik ferkeard begrepen?

Fierders bin ik derfan útgongen dat de FA de wurden yn de Standertwurdlist **inkeld en allinne** staveret neffens de offisjele regelings sa't dy troch PS en DS fêststeld binne (ynklusyf de foarriedich besletten regels út it PS-stik fan 24 april 2013.

> Fraach 1.3 (oan FA):
> Is myn útgongspunt sa't dat yn de foarige alinea beskreaun is korrekt? Sa nee, hokker staveringsregels hantearret de FA dan noch mear by de Standertwurdlist?

Myn betinken is dat it staveringsoerlis allinne gean moat oer formulearringen dy't letterlik foar alle dielnimmers oan it debat beskikber steld binne.

> Fraach 1.4 (oan FA en provinsje):

[1] Alle sitaten tusken dûbelde oanhellingstekens yn dizze alinea komme út it gearkomstestik by wurklistnûmer 10B fan de PS-gearkomste fan 24 april 2013. Dit stik

Binne jim it iens mei it betinken dat ik yn 'e foargeande alinea útsprutsen ha? Sa nee, kinne jim dat koart taljochtsje?

Mei de fragen yn dizze paragraaf wol ik achterhelje oft der gjin misferstannen ûntsteane trochdat de ferskate dielnimmers oan 'e diskusje oer ferskillende saken prate. Fierders wol ik derachter komme oft elk oer deselde gegevens beskikt en oft alle dielnimmers de diskusje fiere yn de wittenskip dat PS/DS de sizzenskip hat oer de stavering fan it Frysk. As blykt dat de diskusje foar in part giet oer foarstellen dy't net algemien bekend binne of net troch PS/DS goedkard binne, dan sil ik der yn it iepenbier foar pleitsje dat dy parten fan 'e diskusje net sinfol binne en dat de diskusje beheind wurde moat.

2. De wurkopdracht oan de Fryske Akademy

It foarstel fan de FA om de staveringsregels foar it Frysk oan te passen is dien doe't de FA tsjin problemen oanrûn by it gearstallen fan de Standertwurdlist. Dy list makke(t) de FA yn opdracht fan de provinsje Fryslân. Neffens de provinsje soe er in Fryske wjergader foarmje moatte fan de *Woordenlijst Nederlandse Taal*, better bekend as it Groene Boekje. De neikommende gearfetting út it PS-stik fan 24 april 2013 yllustrearret dat:

> De provinsje hat de Fryske Akademy de opdracht jûn om in standertwurdlist foar it Frysk op te stellen. Dizze wurdlist is te fergelykjen mei it Groene Boekje foar it Nederlânsk, of offisjeel de 'Woordenlijst Nederlandse Taal van de Nederlandse Taalunie'. De standertwurdlist moat in oersjoch jaan fan de offisjele stavering fan it Frysk en hjirmei de dúdlikens dy't der bestiet oer hoe't guon wurden skreaun wurde moatte, ferhelpe.

Dy gearfetting rept allinne oer stavering en seit nergens dat de standertwurdlist dy't de FA yn opdracht fan de provinsje skriuwt in noarm stelle moat troch bepaalde wurden fan opname út te sluten. Yn de opdracht fan de provinsje oan de FA is ek nergens te finen dat der in noarm steld wurde moat troch leksikale seleksje. Sterker noch, ik lês út dy opdracht just dat de wurdlist it besteande regionale ferskaat yn Fryske teksten net beheine mei. Sjoch it ûndersteande betingst dat de provinsje oan de FA stelt:

> Boppedat ferwachtsje wy dat der mei de *nije staveringshifker/Grien Boekje foar it Frysk* foar elkenien dúdlikens komt oer de offisjele (foarkar)stavering, dy't breed droegen wurdt, mar wol rûmte lit foar regionale ferskillen, en dy't dêrmei de basis foarmet om yn alle Fryske teksten deselde (foarkar)stavering brûke te kinnen. Dizze stavering is basearre op de troch PS en DS yn respektivelik 1980 en 1982 fêststelde stavering;[2]

De FA stelt de standertlist lykwols wol op sa'n normearjende wize op. Dat blykt û.o. út it advys dat de FA op 18 jannewaris 2013 oan PS útbrocht hat. Dêr steane û.o. de folgjende passaazjes oer normearring yn:

> De Standertwurdlist soe ferlykber wêze moatte mei it Groene boekje foar it Nederlânsk. It is dêrom net om 'e nocht dat de namme Standertwurdlist Frysk keazen is foar de Fryske wjergader fan it Groene boekje. Dy namme jout dúdlik

[2] brief fan DS fan Fryslân oan de Fryske Akademy, datum 6 desimber 2011, merkteken 00982689, ûnderwerp: Subsydzjebeskikking yn it ramt fan de Taalnota en de ûnderwiisnota Boppeslach foar in Grien Boekje foar it Frysk.

> oan dat der yn de wurdlist útgien wurdt fan in beskate standert, en dat is presys dêrt de Provinsje om freget. (ûnderstreekjen troch my, HW)
>
> Om ta in Standertwurdlist te kommen, sil, en dat liket in iepen doar, earst in standert fêststeld wurde moatte. Der sil dus in kar makke wurde moatte út de farianten dy't yn 'e ûnderskate Fryske dialekten foarkomme, is it rûmte of romte? Foar guon lju dy't it dialektferskaat heech ha sil de iepen doar dêr faaks tichtgean. It hiele idee fan in Standertwurdlist hâldt ommers yn dat der keazen wurde moat.

De ûnderstreke sin makket dúdlik dat de FA derfan útgiet dat de provinsje frege hat om in Standertwurdlist mei in normearjend karakter. Ferskate kritisy twivelje dêr lykwols oan en freegje har ôf oft de provinsje dy opdracht wier jûn hat. Pieter Breuker skriuwt bygelyks:

> De Fryske Akademy liket it hêft yn eigen hannen nommen te hawwen troch de provinsjale opdracht om in standertwurdlist foar de *stavering* op te stellen tagelyk 'eefkes' út te wreidzjen mei in list fan **standertwurdfoarmen** (ferplichte foar it skreaune Frysk yn ûnderwiis en offisjeel ferkear) en **'ek goed-wurdfoarmen').** By dy eigenmachtige útwreiding giet it yn de taljochting dus net mear om de stavering, mar om it kiezen tusken dialektfarianten. [3]

Yn petearen mei de FA-meiwurkers haw ik de yndruk krigen dat de FA de Standertwurdlist normearjend makket út twa ûnderstellingen wei, nammentlik:
1. de Standertwurdlist moat in Fryske wjergader wurde fan it Nederlânske Groene Boekje;
2. dat Groene Boekje hat in normearjend karakter.

Understelling 1 liket my op basis fan de boppesteande sitaten folslein korrekt ta, mar ûnderstelling 2 net. Ik ha dat earder sa ferwurde:

> Er is nog een essentieel verschil tussen het Groene Boekje en de Standertwurdlist. Het Groene Boekje laat zien hoe we woorden moeten schrijven, maar het spreekt zich uitdrukkelijk niet uit tegen het gebruik van bepaalde woorden. De schrijvers ervan hebben natuurlijk niet elk Nederlands woord opgenomen. Daarvoor zijn er gewoon te veel woorden. En ze zijn ook wel eens een woord vergeten. Er is echter geen overheid die zegt dat ambtenaren alleen de voor opname geselecteerde woorden mogen gebruiken. [4]

Ik ferwiisde yn it stik dêr't ik hjirboppe út sitearje mei in link nei de ynlieding by it Groene Boekje. Dêr stiet it folgjende yn te lêzen:

> De Woordenlijst spreekt zich alleen uit over de vorm van de woorden en, als het om zelfstandige naamwoorden gaat, over het woordgeslacht. De opname van een woord mag derhalve niet beschouwd worden als een officiële goedkeuring van het woord, en het ontbreken van een woord betekent geen afkeuring.[5]

---

[3] Pieter Breuker, *List mei standertwurdfoarmen is per definysje in gaos*. Demoanne.nl, 16 maaie 2013.
[4] Henk Wolf, *Hoe zit het nu precies met die Friese spelling?* Henkwolf.nl, 16 maaie 2013.
[5] http://woordenlijst.org/leidraad/inleiding/

By de ferantwurding fan de "Selectie van de trefwoorden en woordvormen" yn it Groene Boekje is noch it folgjende te lêzen, dat my der wis fan makket dat it Groene Boekje yn leksikale sin net normearjend is:

> In de woordenlijst zijn zowel zeer frequent gebruikte Nederlandse woorden opgenomen als een grote hoeveelheid problematische woorden, dat wil zeggen woorden die vanuit spellingoogpunt moeilijk zijn, zoals bepaalde uitheemse woorden en woorden die met een specifiek maatschappelijk domein verbonden zijn. Dat alles heeft tot gevolg dat er niet alleen op basis van frequentie (f), spreiding (s) en periode (p) is geselecteerd (fsp-lijst), maar ook op basis van spellingprobleem (spellinglijst) en domein of specialiteit (domeinspecifieke lijst).[6]

Yn ferskate petearen mei Pieter Duijff hat dy my - alteast, dat is myn ynterpretaasje - ferteld dat de normative ynterpretaasje fan it karakter fan it Groene Boekje basearre is op petearen dy't de FA-minsken fierd hawwe mei meiwurkers fan de Nederlandse Taalunie. Pieter neamde as foarbyld fan in wurd dat troch normearring net yn it Groene Boekje opnaam wêze soe it eigenskipswurd "dier" (synonym fan "duur").

> Fraach 2.1 (oan de provinsje):
> a. Hat de provinsje de FA de opdracht jûn om de Standertwurdlist in normearjend karakter te jaan troch in seleksje ta te passen op it besteande (leksikale) regionale ferskaat?
> b. Sa ja, hoe en wannear is dy opdracht dan jûn? Sa nee, hoe stiet de provinsje dan ûnder de normearjende ynterpretaasje dy't de FA oan syn opdracht jûn hat?
>
> Fraach 2.2 (oan de FA):
> a. Kinne jim oanjaan op grûn wêrfan oft jim de Standertwurdlist (troch leksikale seleksje) in normearjend karakter jouwe? As jim dat net dogge op basis fan in normative ynterpretaasje fan it Groene Boekje, dan binne de ûndersteande dielfragen net relevant.
> b. Binne jim fan betinken dat it Nederlânske Groene Boekje in normearjend karakter hat? Sa ja, kinne jim dat oannimlik meitsje, bygelyks mei sitaten fan Taalunie-meiwurkers?
> c. Is myn ynterpretaasje fan Pieter Duijff syn wurden yn de foarige alinea korrekt? Sa nee, kinne jim him korrizjearje?
> d. Binne jim fan betinken dat it ûntbrekken fan it eigenskipswurd "dier" yn it Groene Boekje net mei de fsp-formule te ferklearjen is?
>
> Fraach 2.3 (oan de FA):
> Binne jim op dit stuit fan betinken dat jim fan de provinsje de opdracht krigen hawwe om in normearjende wurdlist gear te stallen? Sa ja, kinne jim dat oannimlik meitsje?

Ik haw it fermoeden dat de FA de opdracht foar it meitsjen fan in Standertwurdlist net útfierd hat neffens de betingsten dy't de provinsje dêroan steld hat. Mei fraach 2.1 wol ik achterhelje oft dat yndied it gefal is. Mei fraach 2.2 wol ik neigean oft in eventuele ôfwiking fan de opdracht mei sin trochfierd is of troch in ferkearde ynterpretaasje fan it Griene Boekje. Mei fraach 2.3 wol ik achterhelje oft de provinsje fan betinken is dat de FA syn wurk goed dien hat. Mocht blike dat de FA troch in fersin of troch it net goed lêzen fan de beskikking de opdracht ta it gearstallen fan in Standertwurdlist te'n ûnrjochte normearjend ynterpretearre hat, dan sil ik derfoar pleitsje dat dat fersin ûngedien makke wurdt. Ik sil dat dwaan mei in berop op in transparant iepenbier bestjoer. Mocht bliken dwaan dat de FA de opdracht útfierd hat sa't de provinsje dy bedoelde of mocht blikend dwaan dat de FA in korrekte

[6]http://woordenlijst.org/leidraad/inrichting_van_de_woordenlijst/#selectie_van_de_trefwoorden_en_woordvormen

ynterpretaasje jûn hat oan it karakter fan it Groene Boekje, dan hanthavenje ik myn ynhâldlike krityk, mar kin ik feilich konkludearje dat it bestjoerlik trajekt korrekt trochrûn is.

3. It ferplichtsjend karakter fan de Standertwurdlist

Yn it advys regeloanpassing Fryske stavering dat de FA op 18 jannewaris 2013 oan de provinsje útbrocht hat, steane ferskate passaazjes dy't derop wize dat de FA derfan útgiet dat de provinsje de noarm fan de Standertwurdlist foarskriuwe sil oan syn amtners en oan it ûnderwiis. Ik sitearje se hjirûnder:

> [...] sille alle offisjele stikken en brieven ienheid fan taal sjen litte. [...] Bûten it offisjele ferkear en it ûnderwiis hat elk it frij om fan 'e standert ôf te wiken. [...]Der sil dus in kar makke wurde moatte út de farianten dy't yn 'e ûnderskate Fryske dialekten foarkomme, is it 'rûmte' of 'romte'? Foar guon lju dy't it dialektferskaat heech ha sil de iepen doar dêr faaks tichtgean.

It advys dêr't dy tekst yn stie wie taheakke oan it stik dêr't PS op 24 april 2013 (foarriedich) ja tsjin sein ha. Dat makke dat ik yn 'e ûnderstelling wie dat de ferplichtin oan de niisneamde groepen oplizze soe. Dêr haw ik my ferskate kearen tsjin útsprutsen.

Deputearre Jannewietske de Vries sei lykwols op 17 maaie 2013 foar Omrop Fryslân Radio:

> Nee, it giet wol om in standertwurdlist, mar de romte foar dialekten is der gewoan. Hin, dus oft minsken no <romte> brûke wolle of <rûmte>, dat kin allebeide.

De deputearre sei op 'e staveringsjûn fan 7 juny 2013 nochris dat der gjin ferplichte taalnoarm foar oerheid en ûnderwiis komt. Provinsjaal amtner Harmen Akerboom hat dat dy jûns ek sein en ferskate kearen tsjin my befêstige.

Ik krige op dy staveringsjûn fan 7 juny 2013 lykwols de yndruk dat Anne Dykstra en de oare FA-minsken der oant dat stuit fan útgongen dat dy ferplichting der wol komme soe en dat er ferheard wie oer de ûntkenning dêrfan troch de deputearre en Harmen Akerboom.

> Fraach 3.1 (oan de FA):
> Haw ik yn de foargeande alinea de feiten korrekt werjûn? Sa nee, soe Anne dy dan korrizjearje wolle?
>
> Fraach 3.2 (oan de provinsje):
> a. Bedoelde deputearre De Vries mei har útspraken fan 17 maaie 2013 en 7 juny 2013 dat as de FA in (leksikale) noarm stelt, dy net ferplichtsjend wêze sil? Of bedoelde se dat de Standertwurdlist dy't de FA yn opdracht fan de provinsje makket hielendal gjin normearjend karakter krijt?
> b. Allinne relevant as it antwurd fan de FA op fraach 7 "ja" is: hoe koe dat misferstân oer it ferplichtsjende karakter fan de Standertwurdlist sa lang bestean bliuwe?

It ûnderstelde ferplichtsjende karakter fan de leksikale noarm yn de Standertwurdlist wie foar my de wichtichste oanlieding om yn it iepenbier tsjin dy list te pleitsjen. Ik wol mei de fragen 3.1 en 3.2b achterhelje oft der sprake west hat fan miskommunikaasje tusken de partijen yn it debat, sadat dy tenei foarkaam wurde kin. Fraach 3.2a is bedoeld om te achterheljen oft it noch relevant is om oer

de winsklikheid fan in offisjele noarm en/of in normearjende Standertwurdtlist te diskusjearjen.

4. It staveringswizigingsfoarstel yn syn algemienens

Yn de opdracht fan de provinsje oan de FA stiet letterlik dat de wurden yn de Standertwurdlist skreaun wurde moatte neffens de staveringsregelingen fan 1980 (PS) en 1982 (DS). Ik jou de relevante passaazje hjirûnder nochris:

> Boppedat ferwachtsje wy dat der mei de *nije staveringshifker/Grien Boekje foar it Frysk* foar elkenien dúdlikens komt oer de offisjele (foarkar)stavering, dy't breed droegen wurdt, mar wol rûmte lit foar regionale ferskillen, en dy't dêrmei de basis foarmet om yn alle Fryske teksten deselde (foarkar)stavering brûke te kinnen. Dizze stavering is basearre op de troch PS en DS yn respektivelik 1980 en 1982 fêststelde stavering;[7]

As ik de útlis fan Anne Dykstra op 'e staveringsjûn fan 7 juny 2013, de staveringsoerlizzen fan 25 novimber 2013 en 13 jannewaris 2014, ek yn ferskate stikken yn 'e media goed begrepen ha, dan hat de FA nei de beskikking fan 6 desimber 2011 problemen konstatearre by it gearstallen fan de wurdlist en dêrom oan de provinsje foarsteld om de besteande staveringen te wizigjen. De foarnaamste reden wie, as ik Anne goed begrepen ha, de folgjende: as de besteande offisjele staveringsregels konsekwint tapast wurde, dan binne der wurden yn it Frysk dy't oars skreaun wurde moatte as no yn de praktyk it gefal is. It ûndersteande sitaat fan Anne is dêr in foarbyld fan:

> "Doe't wy mei dy standertwurdlist út ein setten en de staveringsregels ris even goed beseagen, doe die bliken dat guon regels miskien wol doogden, mar of heel dreech wienen en dêrtroch net troch de brûkers oernaam waarden of dat der gewoan helendal net mei te wurkjen wie."[8]

Fraach 4.1 (oan de FA):
Haw ik yn de boppesteande alinea ("As ik de ... in foarbyld fan:") de gong fan saken en de reden foar de foarstelde staveringswiziging korrekt werjûn? Sa nee, soe Anne him dan korrizjearje wolle?

Fraach 4.2 (oan de FA en de provinsje):
Mei ik út it antwurd op fraach 4.1 konkludearje dat de provinsje en de Fryske Akademy mei de foarstelde staveringswiziging berikke wolle dat der offisjele staveringsregels komme dy't de ynboargere (mar no net altyd offisjele) wurdbylden safolle mooglik yntakt lit? Sa nee, kinne jim dat koart taljochtsje?

Mei de boppesteande fragen wol ik neigean oft wy, sa't ik fermoedzje, fan deselde motivaasje foar in staveringswiziging útgeane. Sa net, dan prate wy blykber byinoar lâns en dan moatte wy efkes wat mear ynformaasje útwikselje om in sinfolle diskusje te krijen.

. DS fan Fryslân oan de Fryske Akademy, datum 6 desimber 2011, merkteken [illegible]), ûnderwerp: Subsydzjebeskikking yn it ramt fan de Taalnota en de ûnderwiisnota Boppeslach foar in Grien Boekje foar it Frysk.

[8] Anne Dykstra, ynterview mei Omrop Fryslân Radio. 28 april 2013.

As it antwurd op fraach 4.2 ja is, dan kin ik konkludearje dat de FA en ik it op ien punt folslein iens binne, nammentlik dat it ûnwinsklik is om in wurdlist gear te stallen op basis fan de jildende offisjele staveringsregelingen (fan 1980 en 1982). Wy binne it der dan automatysk ek oer iens dat de besteande regelingen it bêste feroare wurde kinne. Hoe't dy feroaring derút sjen moat, binne wy it mooglik net oer iens.
In punt fan ûndúdlikens yn de diskusje is wat my oanbelanget de posysje fan de Regeling stavering frjemde wurden dy't DS yn 1982 fêststeld hawwe. Yn it Steatestik fan 24 april 2013 stiet dêroer ûnder it kopke "Beslútfoarming yn twa stappen" it folgjende:

> Sadwaande wurdt Provinsjale Steaten frege no yn te stimmen om foarlizzende staveringsoanpassingen troch te fieren oan it ein fan it trajekt definityf yn te stimmen mei de nije staveringsregeling (yn de foarm fan in nije staveringsoardering) en it ynlûken fan de twa âlde oarderings. Deputearre Steaten lûke op dat stuit de regeling fan 10 augustus 1982 foar de stavering fan de frjemde wurden yn it Frysk, yn.

> Fraach 4.3 (oan de provinsje):
> Betsjut it boppesteande sitaat ("Sadwaande wurdt de ... it Frysk, yn.") dat de staveringsregels foar frjemde wurden fan 1982 oan 'e ein fan it beslútfoarmingsproses net mear fan krêft binne? Sa nee, wêrút kin ik dat dan opmeitsje?

By it staveringsoerlis fan 13 jannewaris 2014 die nei myn betinken bliken dat der by de FA sels ûndúdlikheid oer is oft de foarstelde wizigingen ek fan tapassing binne op frjemde wurden. Oan 'e iene kant wurde by de yllustraasje fan de nije regels frjemde wurden brûkt (bygelyks *gûlasj* as it giet om de foarstelde nije û/oe-regel). Oan 'e oare kant ûnstrieden de oanwêzige FA-minsken neffens my dat de nije regel fan tapassing wêze soe op de wurden *koereur/kûreur* en *foerazjearje/fûrazjearje*. Pieter Duijff sei dat dy wurden mei in *oe* skreaun wurde moatte, om't se in twilûd /uə/ befetsje soenen. Letter yn it oerlis sei Frits van der Kuijp dat se mei *oe* skreaun wurde soenen op basis fan de besteande regeling foar frjemde wurden (fan 1982), dy't bepaalt dat de klank /u(:)/foar de letter *r* skreaun wurdt as *oe*.

Dêrom wol ik fan de FA graach it folgjende witte:

> Fraach 4.4 (oan de FA):
> a. Jilde de foarstelde nije staveringsregels ek foar frjemde wurden?
> b. Hoe wurde de wurden *gûlasj/goelasj*, *kûreur/koereur* en *fûrazjearje/foerazjearje* neffens de nije staveringsregels skreaun en wêrom?
> c. Haw ik de útlis fan de skriuwwize fan *kûreur/koereur* en *furazjearje/foerazjearje* troch Pieter en Frits korrekt werjûn? Sa ja, hoe ferhâldt dy him ta it boppesteande? Sa nee, kinne jim my dan korrizjearje?

Ik haw it fermoeden dat der oer de konkrete details fan de staveringswiziging net op alle punten goed neitocht is. Mei fraach 4.3 en 4.4 wol ik achterhelje oft dat wier it gefal is. Sa ja, dan sil ik derfoar pleitsje dat de wizigingen dúdlik ûnder wurden brocht wurde en better op har konsekwinsjes besjoen wurde, foar't der fierder oer praat wurdt. Mocht bliken dwaan dat de wizigingen wol goed trochtocht binne, dan bin ik mis en dan haw ik de minsken fan de FA en de provinsje tekoartdien.

5. De stavering fan de klank /u(:)/

Provinsjale Steaten hawwe ynearsten besletten om de besteande, etymologyske, regel foar de skriuwwize fan de klank /u(:)/ te ferfangen troch de folgjende regel:

> Haadregel; de /u(:)/ wurdt yn it Frysk stavere as <û>. Op dy regel binne twa útsûnderingen:
> a. As it dúdlik oerienkomstige standertnederlânske wurd in <oe> hat, dan hat it Fryske wurd dat ek. [...]
> b. De bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden krijt yn de doetiid foar de /u(:)/-klank <oe>. [...][9]

As ik oannim dat de FA mei de nije regel foaral as doel hawwe dat it wurdbyld fan safolle mooglik wurden gelyk bliuwt (sjoch fraach 4.2), dan freegje ik my ôf oft de niisneamde nije regel dêr wier foar soarget. Ik tink fan wol, mar it liket my goed om it efkes nei te gean.

> Fraach 5.1 (oan de FA):
> Kinne jim oannimlik dat der mei de foarsteande nije regel minder wurdbylden feroarje as mei it hanthavenjen fan 'e besteande regels (fan 1980 en 1982)?

As de foarstelde regel ynfierd wurdt, dan sil hoe dan ek de konsekwinsje wêze dat guon Fryske wurden oars skreaun wurde moatte as oant no yn de praktyk it gefal wie. Yn prinsipe is it mooglik om fan alle wurden mei in ynboargere skriuwwize (offisjeel of net) it wurdbyld te rêden troch se yn in list te setten. Dy kin eventueel as oanfolling brûkt wurde neist in besteande staveringsregel foar de /u(:)/-klank. Ik ha dêr by op 'e staveringsjûn fan 7 juny en yn it staveringsoerlis fan 25 novimber 2013 foar pleite. Yn it Steatestik fan 24 april 2013 wurdt boppedat sein dat der hoe dan ek in list komt dy't de skriuwwize fan in steal frjemde wurden jout. De erfwurden dy't feroarje soenen, kinne dêr neffens my maklik yn meinaam wurde.

> Fraach 5.2 (oan de provinsje en de FA):
> a. As jim op fraach 4.2 ja antwurde hawwe en it besteande wurdbyld safolle mooglik rêde wolle, is neffens jim sa'n list dêr dan net in effektiver middel foar as de foarstelde nije regel sa't dy yn it Steatestik fan 24 april 2013 beskreaun stiet?
> b. As jim it mei my iens binne dat in list foar it behâld fan it wurdbyld effektiver is as de foarstelde nije regel, is der dan neffens jim in oar argumint om foar dy nije regel te kiezen ynstee fan foar in list? Hokker argumint is dat?

As it antwurde fan de FA op fraach 4.1 ja wie, dan kin ik tink konkludearje dat de FA de staveringsregels konsekwint en nei de letter tapasse wol. Dêrom ferbaast it my dat de FA-minsken yn it staveringsoerlis fan 13 jannewaris 2014 yn myn eagen wat grimmitich reagearren, doe't ik har derop wiisde dat it neifolgjen fan de letterlike tekst fan de foarstelde nije staveringsregel foar /u(:)/-klank yn it Steatestik fan 24 april 2013 derta liedt dat wy de mulwurden 'woegen', 'droegen' en 'groeven' tenei skriuwe moatte as 'wûgen', 'drûgen' en 'grûven', wylst de likens útsprutsen doetiden mei 'oe' skreaun wurde moatte. Dat like my ûnwinsklik ta. Ik ha dat earder ek al yn ferskate artikels en foardrachten oanjûn.

Frits van der Kuijp en Pieter Duijff holden út dat mulwurden ek doetiden wêze soenen en dêrtroch ûnder útsûndering b ("De bûging fan in beheind tal ûnregelmjittige tiidwurden krijt yn

---

[9] Steatestik fan gearkomste Provinsjale Steaten fan Fryskân, 24 april 2013, wurklistnûmer 10B. (Sjoch taheakke A.)

de doetiid foar de /u(:)/-klank <oe>.") falle soenen. It foel my lykwols op dat Anne Dykstra yn syn presintaasje by it staveringsoerlis fan 13 jannewaris 2014 wol repte fan in útsûndering foar doetiden èn foar mulwurden.

Fraach 5.3 (oan de FA):
a. Binne jim it mei my iens dat it foar in Fryskskriuwer dy't de foarstelde nije regel foar de skriuwwize fan de /u(:)/-klank folgje wol it op syn minst ûndúdlik is dat er de mulwurden 'woegen', 'droegen' en 'groeven' mei in 'oe' skriuwe moat?
b. Binne jim it mei my iens dat dy ûndúdlikheid ûnwinsklik is?

Ik ha der yn ferskate stikken op wiisd dat de foarstelde nije regel foar de skriuwwize fan de /u(:)/-klank liedt ta ûndúdlikheid oer de skriuwwize fan guon wurden. Dêrom haw ik by it staveringsoerlis fan 13 jannewaris 2014 in listje mei wurden omparte dêr't de skriuwwize neffens de nije regels my net helder fan is. Om't skriuwers net weromfalle kinne op it wurdbyld, liket my dat tige ûnwinsklik ta. Sy binne dan nammentlik heeltyd ferplichte en krij de nije wurdlist derby. Om nei te gean oft ik allinne stean yn myn twivel oer de skriuwwize, freegje ik de minsken fan de FA en fan de provinsje hjirby om harren persoanlik betinken oer de skriuwwize fan in mannich û/oe-wurden.

Fraach 5.4 (oan de dielnimmers oan it staveringsoerlis persoanlik):
Hoe soenen jim de ûndersteande wurden skriuwe en wêrom? Ik jou myn betinken der fuort by, jou gerêst oan oft jim jim yn myn redenaasjes fine kinne.
a. 'boesgroen', op basis fan it besibbe 'boezeroen', mar 'bûsgroen' op basis fan it folle bekendere synonym 'overhemd'.
b. 'woeksen', as doetiid, mar 'wûksen' as mulwurd op basis fan útsûndering b;
c. 'folwûksene' op basis fan 'volwassene' (mar dat jout in ûnwinsklik ferskil mei 'woeksen').
d. 'kûse' op basis fan 'slapen', of is dit sa'n frjemd wurd dat aanst fia in list beregele wurdt en bliuwt it dan 'koese'?
e. 'roeie' sil wol mei in 'oe' bliuwe fanwegen 'roeien', mar hoe sit dan mei it besibbe 'roeikje', dat net in Nederlânske wjergader hat? Ik besykje om de regels ta te passen en net myn eigen subjektive logika ta te passen en kom der dan net út. En ik tink dat as 'roeie' de betsjutting 'in barensnood liggen' hat, ik op basis fan de foarstelde nije regel net oars kin as 'rûie' skriuwe. Dat liket my tige ûnwinsklik ta.
f. 'bûk' en 'bûkebeam', fanwegen 'beuk' en 'beukenboom', mar 'boekel' fanwegen 'boekel', want dat stiet yn it WNT as in Nederlânsk wurdt. Of moat ik nei 'beukennoot' sjen, want dan is de skriuwwize fansels 'bûkel'.
g. 'stoef' of 'stûf', ik soe opsykje moatte oft dat in Nederlânsk wurd is.
h. 'hoenear' op grûn fan 'hoe' of 'hûnear' op grûn fan 'wanneer'?
i. 'brûs' fanwegen 'douche', mar as ik him út 'e badkeamer weihelje en op 'e giter set, dan ynienen 'broes' fanwegen it Nederlânske 'broes'?
j. 'bloeske' fanwegen it Nederlânske 'bloes' of 'blûske' op grûn fan it Nederlânske 'blouse'?
l. 'doe' fanwegen 'toen' of 'dû', ek fanwegen 'toen', want ik wit net oft dy doch aardich ferskillende wurden wol oaninoar besibbe binne. Of hoecht dat net om it 'dúdlik oerienkomstige standertnederlânske wurd' te wêzen?
m. 'tûfe' fanwegen 'kuif' of 'toefe' fanwegen 'toef(je)'?
n. 'poeste' op grûn fan 'poesten' (Assepoester), mar 'wynpûst(er)' of grûn fan 'windvlaag'?

o. 'koereur' of 'kûreur'? As de nije regel foarrang krijt op de regels foar frjemde wurden (of as dy ôfskaft wurde), dan it lêste, oars it earste.
p. 'toerist' of 'tûrist'? Eins deselde fraach.
q. 'poep' foar 'Dútser' is neffens it WNT ek Nederlânsk, dus yn it Frysk 'poep'. Mar wat wit soks. En wat dogge wy mei 'poepetoer', dêr't ik fuort gjin Nederlânske wjergader fan betinke kin? En 'poepsk'?
r. 'Doezelen' is Nederlânsk, dus Frysk 'doezelje'? Mar 'dûzelich' is 'duizelig'. Wolle wy dat ferskil? En wat dogge wy mei 'dûzje'?
s. Is 'kloek' foar sunich ek Nederlânsk? Gjin idee. Sa net, dan wurdt it yn it Frysk 'klûk'.
t. 'Foerazjearje'. Dizze liket my as iennichste fan it rychje nochal maklik. Yn it Nederlânsk skriuwt 'foerageren' mei 'oe', dus dogge wy dat neffens de foarstelde nije regel yn it Frysk ek. Mar al hoe't der yn it lêste staveringsoerlis (13 jannewaris 2014) redendield is oer de skriuwwize fan it wurd, dy simpele ferklearring haw ik neat heard.
u. 'Poes' fanwegen it Nederlânske 'poes', mar hoe sit it dan mei 'poeke' en 'poeky'? Neffens Frits van der Kuijp binne dat ek Nederlânske wurden, mar ik bin dêr net sa wis fan.

Yn it staveringsoerlis fan 13 jannewaris 2014 sei Frits van der Kuijp dat 'folwoeksen' mei 'oe' skreaun wurde moat yn de nije regeling, om't dat ek foar "woeksen" jildt. De regel dat de skriuwwize fan ôfliedingen en/of gearstallingen bepaald wurdt troch de skriuwwize fan it grûnwurd stiet lykwols by myn witten nergens. In algemiene regel is dat yn it Frysk ek net, tink oan pearen as 'Amearika - Amerikaansk' en 'wyt -witens'. En as de antwurden op de fragen 1.1, 1.2 en 1.3 ja binne, geane wy derfan út dat allinne de regels dy't op papier steane en troch de Steaten goedkard binne, bepalend binne foar de offisjele skriuwwize fan wurden, sa't dy yn 'e Standertwurdlist yllustrearre wurdt.

Fraach 5.5 (oan de FA):
a. Haw ik Frits syn útlis fan de skriuwwize fan 'folwoeksen' korrekt werjûn? Sa nee, soenen jim my dan korrizjearje wolle?
b. As it antwurd op fraach a. ja is, wêr stiet dan de regel dêr't Frits him op basearret?

Fraach 5.6 (oan de FA en de provinsje):
a. Wolle jim dat der in list komt fan alle wurden dy't feroarje of ûndúdlikheid oproppe as de nije regel foar de skriuwwize fan de /u(:)/-klank feroaret?
b. Is der foar jim in boppegrins oan it tal wurden dat op dy list stean mei, wêrby't jim sizze dat de foarstelde nije regel der net komme moat? Sa ja, by hoefolle wurden leit dy dan?

Mei de fragen 5.1 en 5.2 besykje ik om sjen te litten dat de útstelde nije regel foar de skriuwwize fan de /u(:)/-klank net de bêste manier is om ta ús mienskiplik doel - safolle mooglik behâld fan it wurdbyld - te kommen. Mei de fragen 5.3, 5.4, 5.5 en 5.6 wol ik besykje om dúdlik te meitsjen dat der oer de oanbelangjende regel net goed neitocht is, dat er allegear ferfelende konsekwinsjes hat en dat it dêrom ûnferstannich is om him yn de no foarstelde foarm offisjeel te meitsjen.

6. De s/z/f/v yn ôfliedingen en gearstallingen

De foarstelde wiziging fan de skriuwwize fan de /u(:)/-klank hat wiidweidich yn 'e media west. De reden wie nei myn idee dúdlik, nammentlik dat de FA op basis fan de besteande regels gjin

Standertwurdlist meitsje koe, om't der dan tefolle wurden oars skreaun wurde soenen as hjoed de dei de praktyk is. Oer it presize hoe en het kin men tsiere, mar dat de offisjele regel foar de /u(:)/-klank oars moat, dêr bin ik folslein mei iens.

Dat is oars as it giet om de skriuwwize fan s/z/f/v, alteast wat de oanpassing dêrfan oanbelanget sa't dy yn it Steatestik fan 24 april 2013 stiet. De needsaak dêrfan is my net dúdlik en ik bin bang dat trochfiering derfan liedt ta ûnwinsklike wurdbylden en twivel oer de skriuwwize fan wurden by minsken dy't de regel tapasse wolle. Dy sille dan, krekt as by guon û/oe-wurden, de Standertwurdlist rieplachtsje moatte om de ynterpretaasje fan ûndúdlike regels troch de FA folgje te kinnen. No hawwe se yn alle gefallen noch in wurdbyld dat rûnom stipe wurdt.

De provinsje hat de FA op 6 desimber 2011 de folgjende opdracht jûn:

> Boppedat ferwachtsje wy dat der mei de *nije staveringshifker/Grien Boekje foar it Frysk* foar elkenien dúdlikens komt oer de offisjele (foarkar)stavering, dy't breed droegen wurdt, mar wol rûmte lit foar regionale ferskillen, en dy't dêrmei de basis foarmet om yn alle Fryske teksten deselde (foarkar)stavering brûke te kinnen. Dizze stavering is basearre op de troch PS en DS yn respektivelik 1980 en 1982 fêststelde stavering;[10]
>
> Fraach 6.1 (oan de provinsje):
> De opdracht fan de provinsje oan de FA seit eksplisyt dat de Standertwurdlist de offisjele stavering fan 1980 en 1982 folgje moat. Is der in reden om dêr yn it gefal fan de s/z/f/v fan ôf te wiken?
>
> Fraach 6.2 (oan de provinsje en de FA):
> As jim op fraach 4.2 ja antwurde hawwe: jim wolle mei de foarstelde staveringswizigingen it ynboargere wurdbyld behâlde. Kinne jim oannimlik meitsje dat de nije regels foar frjemde wurden dy't yn it Steatestik fan 24 april 2013 ûnder 2.4. beskreaun binne dêroan bydrage?

Mei fraach 6.1 en 6.2 wol ik derachter komme oft de provinsje de foarstelde staveringswiziging wol wol en op hokker grûn. As de provinsje dat eins net wol, dan sil ik derfoar pleitsje dat de foarstelde regel net ynfierd wurdt. As de provinsje dat wol wol, dan wol ik yn it ferfolch fan dizze paragraaf oantoane dat dat in minne saak wêze soe.

De foarstelde nije regel sjocht der sa út:[11]

> Oan it begjin fan in grûnwurd komt yn it Frysk yn prinsipe net in v of z foar, mar in f of s, ek as dat wurd ûnderdiel is fan in gearstalling of in ôflieding. Dat jildt foar sawol eigen as liende wurden. Dus: bestiet yn it Frysk in (frjemd) grûnwurd mei oan it wurdbegjin in f of s, dan wurdt dat lyksa stavere yn in gearstalling of ôflieding.
> Konsekwinsje mei foarbylden:
> fokaal (selsstannich wurd), dus: stamfokaal, semyfokaal, ynterfokaal
> fyzje (selsstannich wurd), dus: telefyzje, superfyzje, profyzje, refyzje

---

[10] brief fan DS fan Fryslân oan de Fryske Akademy, datum 6 desimber 2011, merkteken 00982689, ûnderwerp: Subsydzjebeskikking yn it ramt fan de Taalnota en de ûnderwiisnota Boppeslach foar in Grien Boekje foar it Frysk.
[11] Steatestik fan gearkomste Provinsjale Steaten fan Fryskân, 24 april 2013, wurklistnûmer 10B. (Sjoch taheakke A.)

falide (selsstannich wurd), dus: ynfalide

Dy regel is neffens my ek net goed trochtocht en hat ferfelende konsekwinsjes en ûndúdlikheden. Ik ha earder wiisd op de folgjende gefallen:

1. De stavering 'fyzje' komt net foar yn it WFT of de oersetwurdboeken F-N/N-F fan de Fryske Akademy. It wurd wurdt dêryn konsekwint as 'fisy' skreaun. De skriuwwize 'fyzje' is nij en as it doel fan de staveringswizigingen is om it besteande wurdbyld safolle mooglik te behâlden, dan is in nije skriuwwize 'fyzje' net logysk.
2. As de skriuwwize 'fyzje' net bestiet, ferfalt it argumint foar de staveringswizigingen fan 'televyzje' ensfh. nei 'telefyzje' ensfh.
3. De skriuwwize 'refyzje' soe neist 'revisearje' komme te stean, alteast as men derfan útgiet dat der net in wurd 'fisearje' yn 'revisearje' sit. As dat wol sa is, dan sil dat lang net foar elke Fryskskriuwer bekend en dúdlik wêze.
4. As der wier in wurd 'fisearje' yn 'revisearje' sit, sit dat dan ek yn 'advisearje'? Yn dat gefal soe dat de stavering 'adfisearje' krije. Mar dat soe wer in ûnwinsklik ferskil opsmite mei 'advys', dêr't gjin wurd 'fys' yn sit.

Fraach 6.3 (oan FA en provinsje):
a. Binne jim it mei my iens dat de boppeneamde beswierren reëel binne?
b. Binne der neffens jim oare, swierder wagende, arguminten om de skriuwwize fan de s/z/f/v yn frjemde wurden doch oan te passen? Hokker dan?

Mei fraach 6.3 wol ik besykje om dúdlik te meitsjen dat der oer de oanbelangjende regel net goed neitocht is, dat er allegear ferfelende konsekwinsjes hat en dat it dêrom ûnferstannich is om him yn de no foarstelde foarm offisjeel te meitsjen.

7. De stavering ieu en eau/eo

Likemin as by de f/v/s/z is der by de skriuwwize fan ieu, eau/eo sprake fan ûnbrûkbere offisjele regels. Oft de nije regel betters binne as de âlde, dêr kin men oer tsiere, mar se binne oars as de û/oe-regel gewoan te brûken. Yn it belang fan it behâld fan it wurdbyld pleitsje ik der dan ek foar dat de besteande offisjele regels net ferfongen wurde troch de regels dy't foarsteld wurde yn it Steatestik fan 24 april 2013.

Fraach 7.1 (oan de provinsje):
De opdracht fan de provinsje oan de FA seit eksplisyt dat de Standertwurdlist de offisjele stavering fan 1980 en 1982 folgje moat. Is der in reden om dêr yn it gefal fan de ieu of eau/eo fan ôf te wiken?

Fraach 7.2 (oan de provinsje en de FA):
As jim op fraach 4.2 ja antwurde hawwe: jim wolle mei de foarstelde staveringswizigingen it ynboargere wurdbyld behâlde. Kinne jim oannimlik meitsje dat de nije regels foar frjemde wurden dy't yn it Steatestik fan 24 april 2013 ûnder 2.4. beskreaun binne dêroan bydrage?

Mei fraach 7.1 en 7.2 wol ik derachter komme oft de provinsje de foarstelde staveringswiziging wol wol en op hokker grûn. As de provinsje dat eins net wol, dan sil ik derfoar pleitsje dat de foarstelde regel net ynfierd wurdt. As de provinsje dat wol wol, dan wol ik yn it ferfolch fan dizze paragraaf oantoane dat dat in minne saak wêze soe.

8. De didaktyske ûnderbouwing

De tsjinstanners fan de staveringswizigingen hawwe der heeltyd op wiisd dat in staveringswiziging ferfelende konsekwinsjes hat. De wichtichste arguminten tsjin de staveringswiziging binne:

a. Learders kinne jierrenlang gjin korrekt wurdbyld mear opbouwe, trochdat de mearderheid fan de teksten yn de âlde stavering skreaun is;
b. Neislachwurken binne feràldere, om't wurden der net mear yn te finen binne;
c. Minsken dy't al Frysk skriuwe koenen, kinne dat aanst net mear. Se moatte wat wer regels leare en deroan tinke om dy ta te passen, wylst se foarhinne automatysk skreaunen.

In argumint foar staveringwiziging, alteast yn it gefal fan de skriuwwize fan de /u(:)/-klank, is:

d. In dúdlike, analytyske regel is makliker te learen as in etymologyske regel.

Argumint d. is in goed argumint, mar it jildt foaral yn in situaasje dat der gjin skriftlik materiaal beskikber is. Learders bouwe wurdbyld op troch wurden dy't se lêze te ynternalisearjen en te reprodusearjen. En de teksten dy't minsken lêze binne de earste jierren noch foaral yn de besteande (âlde) stavering. Learders skriuwe op in stuit net mear analytysk. Betûftere skriuwers fertrouwe foar in grut part op harren wurbyld.

Us didaktyske beswierren waarden troch de FA-minsken yn it staveringsoerlis fan 25 novimber 2013 nei myn idee wat maklik oan 'e kant set mei it argumint dat guon bern holistysk (op basis fan wurdbyld) skriuwe, mar dat der wis ek bern binne dy't analytysk skriuwe. Alteast, sa haw ik dat ynterpretearre. Ik fyn de didaktyske beswierren tige wêzentlik, om't ik bang bin dat de staveringswiziging liede sil ta minder Fryskskriuwers en minder Fryskskriuwers, wat net ien fan 'e dielnimmers oan 'e staveringsdiskusje neffens my wol. In solide didaktyske ûnderbouwing is dêrom neffens my nedich.

Hjirûnder jou ik in berjochtsje wer dat ik fia de webite www.demoanne.nl oan Rob Faltin stjoer ha nei oanlieding fan in stik fan him oer de staveringskwestje. It jout wat ûnderbouwingen fan ús stânpunt út de literatuer. Ik freegje de FA dêrnei om in reaksje dêrop.

Henk zegt:
juni 27, 2013 om 1:33 pm
Hallo Rob,

Der is frijwat bekend oer de rol fan wurdbyld by it oanlearen fan lêzen en skriuwen. De teory wurdt aardich gearfette yn de boeken 'Spelling' en 'Spellingdidactiek' fan Henk Huizenga. Wy brûke dy op skoalle ek. Huizinga jout in soad ferwizingen nei relevante literatuer.

Wat spesifiker:

Verhoeven, G. (1985), 'De strategieën van de speller', dissertatie RuG, Groningen: Noordhoff. Verhoeven lit sjen dat by learlingen yn it basisûnderwiis fan groep 7 ôf it wurdbyld in grutte rol spilet by it staverjen. Mei it tanimmen fan de lêsfeardichheid nimt de ynfloed fan wurdbyld op it staverjen ta. Analytysk staverjen (benammen by tiidwurden) is oan 'e ein fan 'e basisskoalle it grutste probleem.

Coenen, M., W. van Bon & R. Schreuder (1997), Reading and spelling in Dutch first and second graders. In: Leon & Malatesha (eds.), Cross-language studies of learning to read and spell. Dordrecht: Kluwer. De ûndersikers litte, krekt as Verhoeven, sjen dat begjinnende learder benammen regels hantearje, mar dat de wurdbyldstrategy der al fluch by komt en mei it tanimmen fan de lêsfeardichheid heeltyd dominanter wurdt: earst by it lêzen (herkennen) fan wurden en letter by it skriuwen.

Frans Daems docht al jierren ûndersyk nei de ynfloed fan wurdbyld op de stavering fan Nederlânske tiidwurden, by útstek de groep wurden dy't analytysk stavere wurde: om te witten oft je "beïnvloed" of "beïnvloedt", "verwent" of "verwend", "praten" of "praatten" skriuwe moatte, moatte je de sin ûntlede. Hy lit sjen dat dat faak misgiet en dat it frekwintste wurdbyld him dan opkringt. Daems hat der aardich wat oer skreaun. Sjoch foar in oersjoch û.o. Sandra, D., F. Daems & S. Frisson, 'Zo helder en toch zoveel fouten'. In: Vonk (2001). Sjoch ek Frans Daems syn website by univ. Antwerpen.

De kommisje-Meijerink, dy't minimum- en streefnivo's foar allegear taalfeardichheden opsteld hat, hat it staverjen op wurdbyld ûnderbrocht op nivo 2F, it nivo dat minsken noadich wêze soenen om op 'e arbeidsmerk funksjonearje te kinnen ("burgerschapsniveau", moat dy oansprekke! ;-)). Dat nivo wurdt ferwachte oan 'e ein fan in mbo-oplieding. De analytyske tiidwurdstavering is ferdield oer nivo 2F en 3F. Nivo 3F is it nivo dat ferwachte wurdt oan 'e ein fan 'e havo. Dat wol sizze dat folle mear minsken folle earder op wurdbyld achte wurde goed te staverjen as troch nei te tinken oer staveringsregels. Minsken mei lêsûnderfining tinke op in stuit net mear sa bot nei oer regels en skriuwe foaral op basis fan wat se ûntholden hawwe fan wat se lêze. Sjoch û.o. de website fan it SLO foar in útwurking.

Groetnis, Henk

Fraach 8.1 (oan de FA):
a. Binne jim it dermei iens dat de arguminten a-c hjirboppe pleitsje tsjin wiziging fan de ynboargere stavering?
b. Kinne jim mei literatuerferwizingen of eigen ûndersyk oannimlik meitsje dat argumint d. yn it gefal de û/oe-regel swierder waacht as de arguminten a-c?
c. Binne der didaktyske arguminten foar de foarstelde staveringswizigingen fan de s/z/f/v, de ieu en de eau/oe? Sa ja, hokker dan?

Mei fraach 8.1 wol ik achterhelje oft der in solide didaktyske ûnderbouwing fan de staveringswiziging is. Is dat net it gefal, dan sil derfoar pleitsje om earst fierder didaktysk ûndersyk te dwaan, foar't in regel dy't sokke grutte konsekwinsjes hawwe kin foar de Frysklearende en Fryskskriuwende mienskip trochfierd wurdt. Ik ha der alris op wiisd (en doch dat hjirby op 'e nij) dat de hegeskoallen de ôfrûne jierren mei stipe fan de provinsje in heel soad learkrêften út it basisûnderwiis it Frysk skriuwen leard hawwe en dat dy troch in didaktysk ûntrochtochte wiziging fan de stavering der samar de brui oan jaan kinne, op 'e nij op kursus moatte of de bern de stavering ferkeard oanleare. Dy konsekwinsjes lykje my earnstigernôch om de stavering net haljetrawalje te wizigjen.

9. Ferskaat

Myn beswier tsjin it normearjende karakter fan de Standertwurdlist is seker sa grut as tsjin de wiziging fan de offisjele stavering. Dat beswier haw ik mei ferskate oaren ferwurde yn in iepen

brief dat op 1 maaie 2013 yn 'e Ljouwerter Krante stien hat (taheakke B). Miskien is dat beswier lykwols mear relevant. Dat moat bliken dwaan út it antwurd op fraach 3.2. Pieter Breuker hat de wichtichste beswierren tsjin it normearjende list nochris gearfette yn it stik 'Fragen oan de fertsjintwurdigers fan de Fryske Akademy (en har meistanners) oer standerdisearring' fan 29 jannewaris 2014. Yn dat stik stelt er in mannich fragen dy't foar it ferrin fan de diskusje relevant binne. Ik hoopje dat hy dêr antwurden op krije kin. As dat it gefal is, hat elk de ynformaasje dy't foar in goed ynhâldlik debat needsaak is.

Mocht bliken dwaan dat de FA in normearjende Standertwurdlist makket, dan sil ik derfoar pleitsje dat de provinsje dúdlik oanjout hokker formele status oft dy hat. Ik sil der dan ek foar pleitsje dat der in net-normearjende Standertwurdlist komt dy't yn it lyk is mei de letterlike tekst fan de opdracht dy't de provinsje op 6 desimber 2011 oan de FA jûn hat om in staveringshifker/Grien Boekje te meitsjen dy't rûmte lit foar regionale ferskillen.

Ik ha fierders gjin idee hoefolle stipe oft der yn Fryslân foar de Standertwurdlist yn de foarnommen foarm bestiet. De provinsje wol neffens de opdracht oan de FA fan 6 desimber 2011 in stavering dy't breed droegen wurdt. Ik wit net hoe't it draachflakûndersyk útfierd is en ik wit net yn hoefier oft de 104 tsjinstanners fan de plannen represintatyf binne foar Fryslân. Ik krij de yndruk dat der benammen yn it ûnderwiis frijwat wjerstân tsjin de plannen is. In grut en represintatyf draachflakûndersyk liket my, as de plannen trochset wurde, in goede saak ta. Dêr sil ik dan ek foar pleitsje. Mocht der brede stipe wêze foar de plannen, dan sil ik net fierder beswier meitsje.

Fraach 9.1 (oan de provinsje):
Hoe is it draachflakûndersyk foar de nije staveringsregels en de normearjende Standertwurdlist útfierd?
Binne jim fan betinken dat in grut en represintatyf draachflakûndersyk winsklik is, foardat de Standertwurdlist ferskynt?

Reaksje Fryske Akademy op de beswieren tsjin in Wurdlist[12] Frysk en tsjin in útstel ta staveringsoanpassings

1 Ynlieding

De Fryske Akademy (FA) hat Provinsjale Steaten (PS) advisearre oangeande in Wurdlist Frysk en oangeande oanpassingen oan de stavering fan it Frysk. PS hawwe yn beide gefallen it advys oernommen. Om't der nei it offisjele beslút fan PS krityk op sawol de Wurdlist as de staveringsoanpassingen kaam, hat deputearre De Vries oanstien op in besykjen om ta in draachflak te kommen. Dêrta is troch de provinsje in kommisje 'Standert en stavering' ynsteld. Dizze reaksje fan de FA moat yn it ramt sjoen wurde fan de oerlizzen dy't yn dy kommisje fierd binne.
De reaksje fan de FA hjirûnder bestiet út twa gruttere parten. It earste part giet oer de Wurdlist Frysk en it twadde part oer de troch de FA útstelde staveringsoanpassings. Om praktyske reden sille de skriftlike bydragen dy't de kommisjeleden Breuker (Wurdlist) en Wolf (Wurdlist en stavering) ynbrocht hawwe hjir as útgongspunt nommen wurde. Mei't Breuker en Wolf beide fragen by de Wurdlist hawwe, wurdt yn it earste part fan dit stik yn algemiene sin op dy fragen yngien. Wolf syn fragen by de staveringsoanpassingen binne tige spesifyk, en sille om dy reden yn it twadde part dan ek stik foar stik beantwurde wurde.

2 Wurdlist Frysk

Yn 2011 kamen amtners fan de provinsje by de FA mei de fraach oft de FA in Grien boekje foar it Frysk gearstalle koe. De eftergrûn fan dy fraach wie in troch PS konstatearre maatskiplik ferlet[13]. It oerlis tusken de amtners en de FA is útrûn op in opdracht oan de FA om in Grien boekje foar it Frysk te meitsjen (provinsjale beskikking 14 desimber 2011, merkteken 00982689). Dy beskikking wie lykwols ûndúdlik oer wat in Grien boekje krekt ynhold. Op side 2 wurdt de ferwachting fan de provinsje útsprutsen dat

> der mei de *nije staveringshifker/Grien boekje foar it Frysk* foar elkenien dúdlikens komt oer de offisjele (foarkar)stavering, dy't breed droegen wurdt, mar wol rûmte lit foar regionale ferskillen, en dy't dêrmei de basis foarmet om yn alle Fryske teksten deselde (foarkar)stavering brûke te kinnen. Dizze stavering is basearre op de troch PS en DS yn respektivelik 1980 en 1982 fêststelde stavering.

De FA is derfan útgien dat de provinsje mei '(foarkar)stavering' eins 'foarkarstavering' bedoelde. Dy stavering dêr't de beskikking oan referearret wie ommers bedoeld as de 'offisjele' stavering. Der wurdt fierder in tsjinstelling ûndersteld tusken in stavering 'dy't breed droegen wurdt' en ien dy't 'rûmte lit foar regionale ferskillen.' Dy tsjinstelling is der lykwols net. Regionale fariaasje en stavering binne twa ferskillende dingen: fierhinne alle farianten yn it Frysk kinne stavere wurde neffens de offisjele regels[14]. Mei romte foar regionale ferskillen bedoelde de provinsje nei alle gedachten dat yn it Griene boekje sawol

[12] De lêzer sil yn dit stik de termen 'Wurdlist' en 'Standertwurdlist' tsjinkomme. De lêste term waard brûkt doe't noch tocht waard dat it om in ferplichte standert gean soe. Dy ferplichting is der lykwols net, en dêrom is de offisjele titel fan de list no 'Wurdlist Frysk'. Sjoch hjirûnder de siden 3 en 4 oer it net-ferplichtsjende karakter fan de Wurdlist.
[13] By de FA wie dat ferlet al langer bekend. Yn de twadde helte fan de tachtiger jierren fan de foarige ieu hat der al oerlis west oer in Grien boekje foar it Frysk. Dat is him doe troch tiidtekoart net wurden.
[14] Der sille har wol problemen foardwaan. De Lemster útspraak fan it wurd skoalle [skɔ̃(:)lə] lit him bygelyks net maklik yn lettertekens werjaan.

‘romte’ as ‘rûmte’ opnommen wurde moasten. Hoefier oft dat gean moast, waard net dúdlik makke. Moasten alle regionale farianten opnommen wurde? Ek it Súd(west)hoeksk dat net yn de Fryske wurdboeken opnommen wurdt? Lestich, al wie it allinne mar om’t net alle regionale fariaasje bekend is. Dat de stavering breed droegen wurde moast, wie foar de FA evidint. It gie ommers om de besteande staveringsregels dy’t yn it Griene boekje brûkt wurde moasten. De FA hie gjin reden om oan te nimmen dat de besteande regels swierrichheden opsmite soene. Doe’t der letter al swierrichheden blieken te wêzen, hat de FA dat melden. Dêrmei foldie de FA oan it betingst op side 2 fan de beskikking dat de provinsje fuortendaliks fan ‘alle mooglike tuskentiidske feroaringen of fertragingen’ op de hichte brocht wurde moast.

Op side 4 fan de beskikking wurdt it begryp ‘taalnoarm’ yntrodusearre:

> Troch twa wichtige obstakels, nammentlik de twivel oer de krekte stavering fan it Frysk en de oanhâldende ûnwissens oer de taalnoarm, fuort te nimmen tinke wy dat (potinsjele) skriuwers fan it Frysk har wisser fiele sille mei de beide produkten dêr’t dizze beskikking foar ôfjûn wurdt.

Neffens it *Frysk Hânwurdboek* (HWB) út 2008 betsjut ‘taalnoarm’: ‘noarm foar taalgebrûk’. ‘Taalgebrûk’ is neffens it HWB (betsjutting 2): ‘wat gongber is, wat wenst is yn in taal’. ‘Taal’ (HWB, betsjutting 2) is in ‘middel fan kommunikaasje binnen in beskaat folk of in lytsere mienskip.’ Talige kommunikaasje kin yn prinsipe op twa manieren plakfine: mûnling of skriftlik. Mei’t in Grien boekje primêr oer skriftlike kommunikaasje giet, hat de FA it begryp ‘taalnoarm’ út de beskikking ynterpretearre as ‘skriftlike taalnoarm’. En dêr is by gâns Fryskskriuwers, sa’t de beskikking mei rjocht seit, ‘oanhâldende ûnwissens’ oer. In strakke noarm soe neffens de FA de drompel om Frysk te skriuwen minder heech meitsje.

De útkomst fan ûnderskate oerlizzen mei de provinsjale amtners oer de krekte ynhâld fan de opdracht oan de FA wie dat in Grien boekje foar it Frysk safolle mooglik *ien* foarm jaan soe. It útgongspunt dêrby wie om yn prinsipe de standert dy’t troch de Fryskskriuwers sels al foarme wie te folgjen. De FA koe dy standert neigean yn it 24 miljoen wurden grutte korpus Frysk fan nei 1980 (doe’t in nije staveringsregeling yngie). It foarnimmen om safolle mooglik *ien* foarm te jaan is yn in lettere faze foarlein oan leden fan twa steatekommisjes (sj. hjrûnder).

De opdracht fan de provinsje om in Grien boekje foar it Frysk te skriuwen kaam, lykas sein, fia PS, dêr’t it ferlet fan sa’n stik taalark konstatearre wie. De FA hat dêrnjonken sels noch yn it fjild hifke hoe’t oer in noarmearjende wurdlist tocht waard. Benammen by de petearpartners út it ûnderwiis die bliken ferlet te wêzen fan in dúdlike standert. Ek yn it troch de provinsje inisjearre oerlis tusken FA en oaren die bliken dat Jan Schotanus, Fedde Dykstra en Koos Tiemersma, allegear mei in ûnderwiiseftergrûn, foar in noarmearjende list wiene. Fedde Dykstra en Jan Schotanus hawwe ek oanjûn dat se út har wurk as profesjoneel taalbrûker wei ferlet hawwe fan in standertwurdlist. It ferlet út it ûnderwiis wei is letter ek befêstige troch Cedin. Dêrnei frege, skriuwt Douwe Kootstra op 20 jannewaris 2014 út namme fan Cedin:

> Op jim fersyk ha wy ús yn ús lêste teamgearkomst bûgd oer de kwestje fan de standertwurdlist. Wy binne fan betinken dat sa’n standertwurdlist in nuttige saak wêze kin foar it ûnderwiis yn syn gehiel. In strakkere taalnormearring komt de dúdlikheid te’n goede omdat de hânwurdboeken dy’t meastentiids yn it ûnderwiis brûkt wurde yn in protte gefallen gjin útslútsel jouwe. It hantearjen

> fan in heldere standertlist sil nei alle gedachten taalbefoarderjend wurkje omdat in soad Fryskskriuwers de list rieplachtsje sille.

It ferlet fan in heldere standert kaam ek nei foaren op de diskusjejûn oer stavering en standert op 28 juny 2013. Op dyselde jûn die lykwols bliken dat it ûnderwiisfjild ferdield wie. De FA wiist der ek op dat op de list fan ûndertekeners fan de 'Oprop' ek lju út ûnderwiisrûnten steane.

Op 4 maart 2014 hat de *Feriening Frysk Underwiis* yn in brief oan de FA wiisd op it neffens harren grutte maatskiplike belang fan in standert foar it Frysk en fan dúdlike staveringsregels.

Yn goed oerlis mei de provinsjale amtners hat de FA keazen foar in wurdlist dy't safolle mooglik ien foarm jout. Benammen de stipe út it ûnderwiis jout de FA it betrouwen dat de goede kar makke is. Wat de FA op 18 jannewaris 2013 yn it advys oan PS skreau, stiet noch hieltyd oerein:

> De FA is bliid mei it inisjatyf fan de Provinsje ta in offisjele *Standertwurdlist*. De FA is fan betinken dat sa'n ûndûbelsinnige wurdlist de drompel om Frysk te skriuwen leger meitsje sil. Nimmen hoecht him by it Fryskskriuwen mear ôf te freegjen oft wat er skriuwt wol geef Frysk is.

Om de plannen foar in noarmearjende wurdlist yn widere rûnten bekend te meitsjen, binne dy by ûnderskate gelegenheden presintearre en ferdúdlike (wy neame hjir: lêzing op de 'Akademydei' fan FA yn septimber 2012, foar stipers en leden fan de FA; lêzingen op it Frysk filologekongres fan juny 2012, al jierren organisearre foar frisisten en oaren mei niget oan Fryske taal- en letterkunde; lêzing foar resint beneamde leden fan de FA op 8 juny 2013. Dêrnjonken hat de FA fia ynterviews yn de Ljouwerter Krante en op Omrop Fryslân radio en TV ekstra omtinken oan de wurdlist jûn. By de lêzing foar de FA-leden die bliken dat in mearheid foar de plannen wie. Op it filologekongres hat Hindrik Sijens oan it wurd west oer de problemen mei de stavering fan de 'oe/û', en Pieter Duijff en Frits van der Kuip hawwe it dêr oer de Fryske taalnoarm hân. Pieter Duijff hat dêr op 15 juny 2013 ek oer op de tekst west op it ynternasjonale kongres 'Prescription and Tradition in Language'. Dizze lêzing sil yn Fryslân net bekend west hawwe, wy neame him hjir dochs even om't der yn dat ynternasjonale fermidden fan saakkundigen mei ynstimming reagearre waard op it stribjen om ta in strakkere standert foar it Frysk te kommen.

Trochdat de opdracht wie in wurdlist te meitsjen dy't ferlykber wie mei it *Groene boekje*, is troch de FA oannommen dat de Fryske wjergader deselde wetlike status hawwe soe as it *Groene boekje*: ferplichte foar oerheid en ûnderwiis. De passaazjes oer it ferplichte karakter fan de Standertwurdlist[15] Frysk út de hjirboppe neamde ynlieding fan it advys oan PS binne doe net troch de provinsje wjersprutsen. Letter die bliken dat de saak dochs oars lei. Op de 'staveringsjûn' fan 28 juny 2013 hat de provinsje yn it iepenbier melden dat de ynterpretaasje fan de FA net doogde. De provinsje hat gjin wetlike mooglikheden om de wurdlist oan oerheid en ûnderwiis op te lizzen, likemin as de stavering, trouwens. De provinsje stelt in staveringsregeling fêst, mar kin dy oan nimmen oplizze. De Standertwurdlist Frysk is dus net ferplichte. Mei't dúdlik wurden is dat de Wurdlist oan nimmen oplein wurdt, liket oan in wichtich beswier fan de tsjinstanners yn de mjitte kaam te wêzen. Yndividuele organisaasjes

[15] De wurktitel 'Grien boekje' waard net mear brûkt.

en eksamenkommisjes kinne út soarte wol beslute om de Wurdlist as liedend oan te nimmen, lykas dat yn eksamenregleminten no al dien wurdt mei de Fryske wurdboeken.

De plannen foar in standertwurdlist binne op 13 febrewaris 2013 en 3 april 2013 presintearre en taljochte yn respektivelik in ynformearjende steatekommisje Boarger en Mienksip en in advisearjende steatekommisje LLW. De twadde kear wie der gelegenheid om yn te sprekken. Dêr hat nimmen gebrûk fan makke. Beide kearen is mei foarbylden demonstrearre dat de standertwurdlist him safolle mooglik hâldt oan de feitlik al besteande standert (sjoch ek hjirûnder). Ut de fragen en de diskusje nei oanlieding fan de presintaasje die bliken dat it ûnderwerp de oanwêzige steateleden dúdlikernôch nei oan it hert lei. Frou Annichje Toering, foarsitter fan it steatekomitee 'Frysk', besleat de gearkomste mei it útsprekken fan har tank foar de tige heldere útlis troch de FA. De by de earste gearkomste oanwêzige deputearre De Vries hat by de FA gjin soargen oer de plannen fan de FA útsprutsen.

Op 24 april 2013 hawwe PS it advys fan de FA unanym oannommen. Dêrmei hat de FA feitlik fan de provinsje de opdracht krige om in Grien boekje foar it Frysk te meitsjen, en dêrby de útstelde staveringsoanpassing troch te fieren.

2.1 Ynhâldlike beswieren tsjin in Wurdlist Frysk

It net-ferplichtsjende karakter fan de Wurdlist is hjirboppe al oan de oarder kaam. De FA hat suver fan it begjin fan it projekt ôf neitocht oer hoe't Fryskskriuwers fertroud makke wurde kinne soene mei de Wurdlist. De oplossing is fûn yn in spesjaal foar dit doel ûntwikkele staveringshifker, dy't de brûker derop wiist dat der foar in wurd yn syn tekst mooglik in wurd is dat tichter by de al besteande skriuwtaalnoarm komt. Dy brûker kin dêrnei sels kieze oft er dy oanwizing oernimme wol of net. It is dus net sa dat guon wurden tenei ferbean binne.

Tsjinstanners fan in noarmearjende wurdlist hawwe soarch dat sa'n wurdlist foar ferlies oan dialektferskaat soargje sil. De FA dielt dy soarch net, dêryn stipe troch professor Goffe Jensma, dy't seit:

> Krekt de oanwêzigens fan in oerkoepeljende standerttaal makket it neffens my mooglik dat binnen it Frysk dialektferskillen folslein akseptearre wurde (Ut Betten, *De Fries* 2013:55) [16]

Jensma giet der neffens de FA mei rjocht fan út dat der al in Standertfrysk is, en dat jildt benammen foar it *skreaune* Frysk:

> Taalmienskippen meitsje har eigen noarmen wol. En de Fryske mienskip hat dat dien; der is in noarm dy't folop funksjonearret yn it skriftlike Frysk. En dy stiet yndie wat fariaasje ta. Dat is net nuver. De Nederlânske standert docht dat ek, mei bygelyks pearen as "het waaide/woei", "zeker en vast/vast en zeker", 'dat hij getrouwd is/is getrouwd", "sinaasappelsap/appelsiensap", "museums/musea"

[16] Foar alle dúdlikheid, Jensma hat him op oare plakken tsjin standerdisearring fan it Frysk útsprutsen. Jensma is ek ien fan de ûndertekeners fan de 'Oprop' oan de provinsje om de plannen foar in standert en de staveringsoanpassingen net troch te setten.

ensfh.[17]' (Henk Wolf en oaren yn in brief oan de steateleden; sjoch oer de standert fierder hjirûnder).

De FA merkt hjir op dat de Wurdlist der yn it foarste plak is om te brûken by it *skreaune* Frysk.

It is nammers net ûnoannimlik dat de staveringshifker sa't er no wurket de brûkers krekt bewuster makket fan har eigen dialekt om't se no de ferskillen sjogge. Oars as de wurdlist jout de nije staveringshifker wol gongbere farianten. Typt de brûker sa'n fariant yn en stiet dy net as foarkarsfoarm te boek, dan krijt er net it sinjaal dat er ferkeard Frysk skriuwt, mar dat er net de foarkarsfoarm skriuwt. Hjirûnder geane wy mei help fan inkelde skermôfbyldingen neier yn op hoe't de staveringshifker wurket[18].

De hifker jout de brûker oan dat der foar it wurd *ston* foarmen binne dy't troch de mearheid fan Fryskskriuwers as standert beskôge wurde, en hy docht de brûker trije suggestjes. It is oan de brûker om ien fan dy suggestjes te kiezen of net. Dizze brûker hat dat net dien:

[17] Wolf syn foarbylden "zeker en vast / vast en zeker", 'dat hij getrouwd is / is getrouwd' binne hjir net relevant, om't soks net yn in wurdlist opnommen wurdt. De meartallen *museums* en *musea* wurde beide opnommen yn de wurdlist.

[18] Foar de dúdlikheid, it giet hjir om in demo. De Nederlânske teksten binne fan de eksterne softwareûntwikkelers. Dy wurde fansels noch Frysk en de formulearring sil ek noch oanpast wurde.

It folgjende mooglike probleem dat de hifker sjocht is it wurd sich', dat in hollanisme is. De hifker jout dêr de brûker trije Fryske suggestjes foar. De brûker kin hjir ek sels kieze oft er it hollanisme stean lit of net.

Tsjinstanners fan de wurdlist hâlde út dat der gjin metoade wêze soe om in foarkarsfoarm te kiezen. De FA is de earste om ta te jaan dat dat bytiden ek hiel dreech is. Der sil op yndividuele karren ek grif krityk mooglik wêze, dêr stiet de FA ek foar iepen. Dat der gjin metoade is om in kar te meitsjen ûntstriidt de FA syn kritikasters. De FA giet by it kiezen fan de foarkarsfoarm út fan ferskate kritearia:

a) tradysje
Sa't hjirboppe al opmurken is, bestiet der yn it Frysk al fierhinne in skreaune standert. Dy is yn de rin fan de tiid yn de hânwurdboeken dellein. Dat dêryn oant no ta meastentiids net keazen is foar farianten út de perifeare dialekten mei dúdlik wêze. Mar hokker fariant út de twa grutte dialekten Klaai- en Wâldfrysk as foarkarsfoarm nommen wurde moat, is yn de wurdboeken net altyd helderheid oer. Dochs is it al lang wenst om de farianten dy't yn de wurdboeken as earste neamd wurde, as foarkarsfoarm te beskôgjen. Yn it HWB wurdt dat yn de 'Ynlieding' ûnder it kopke 'Haad- en njonkenútgong' ek útlein: 'De eventuele njonkenyngongen steane kursyf printe fierderop yn it artikel, foarôfgien troch it wurdsje *ek*: **giel**[2] <ew. […]> ek *geel* […]' (p. XIII). Yn de digitale ferzje is de presintaasje fanwegen de lêsberheid op it skerm wat oars:

> giel eigenskipswurd [gi.əl] gieler, gielst
>
> ‣ **fariant**
>
> geel [ge:l] […]

De termen 'njonkenyngong' en 'fariant' rinne ek net lykop, mar se tsjutte beide op in beskate rangoarder yn 'e foarmen dy't jûn wurde. Sa krije bygelyks de Klaaifryske farianten op *-om* of *–omme* (*rom*, *tomme*) yn it HWB de foarkar boppe de Wâldfryske farianten op *-ûm* of *-ûme* (*rûm*, *tûme*).

b) distansjearring
By standerdisearring kin ek it ôfsetten tsjin in oare taal meispylje. Yn it gefal fan it Frysk is

dat tsjin it Nederlânsk. In yllustratyf foarbyld is it wurd *hiel* dat mar yn in lyts part fan Fryslân (de Noardlike Wâlden) brûkt wurdt, wylst it grutste part it geef-Fryske en oan it Nederlânsk identike *heel* brûkt.

In oar foarbyld is de weifal fan de 'e' yn wurden as *kiste* en *mûtse*. Yn in part fan it taalgebiet is it hiel gewoan om *kist* of *mûts* te sizzen, mar omdat dy farianten tichter by de Nederlânske wjergaders steane, wurde krekt dy net ta de standert rekkene.

c) lykfoarmigens
It prinsipe fan lykfoarmigens kin de foarkarsfoarm ek beskiede. Wurden lykas *died*, *ried*, *sied*, *goed* en *paad* wurde yn it Frysk faak ek sûnder einichste 'd' útsprutsen en guon dêrfan wurde gauris ek sa skreaun. Lykwols komt yn bûging en gearstalling de 'd' yn de útspraak altyd wer foar it ljocht en dy wurdt dan ek skreaun (*dieden*, *riedsgearkomste*), dat *died*, *ried* ensf. wurde yn de wurdlist mei in 'd' stavere.

Utsûnderingen binne leksikalisearre gefallen as *goeried* en *goemoarn*. In oar foarbyld is de noardlike fariant *baarne*, dy't oant no ta yn de measte hânwurdboeken de foarkar hat, mar dy't it tsjin de súdlike fariant *brâne* ôfleit op grûn fan it kritearium fan de lykfoarmigens (*brân*, *brâne*, *brânfersekering*). It HWB hat om dy reden *brâne* as haadfoarm.

d) gongberens
In frekwinte fariant hat de foarkar boppe in fariant dy't minder frekwint is. In foarbyld is it heechfrekwinte bywurd *eigentlik*. De minder frekwinte farianten *eigenlik*, *einlik* en *eink* wurde net yn de wurdlist opnommen.

e) etymology
Yn de stavering sjocht men wolris in ôfsliten útspraak werom (bygelyks *abslút*, *bibleteek*, *bommedearje*). Lykwols binne allinne de folle foarmen yn de wurdlist opnommen (*absolút*, *biblioteek*, *bombardearje*). Utsûnderingen binne leksikalisearre gefallen lykas *knyn* en *plysje* (ynstee fan *konyn* en *polysje*) en wurdpearen mei ôfsûnderlike betsjuttingen lykas *krupsje* (= sykte) en *korrupsje* (= omkeaping).

f) Synonimy
Gongbere synonimen, lykas *belangryk* en *wichtich* of *foarsichtich* en *hoeden* of foarmfarianten lykas *altyd* en *altiten*, wurde yn de wurdlist opnommen.

Oan de hân fan inkelde foarbylden, guon komme út stikken fan tsjinstanners fan in Wurdlist Frysk, sille wy besykje om sjen te litten hoe oft wy te wurk gean.

Lykas sein hat him op skrift al in standert foarme. De FA kin dat troch frekwinsjetellingen op basis fan de Taaldatabank (TDB) sjen litte. Yn de TDB sitte teksten oer allerhanne ûnderwerpen. Mei-inoar hawwe al dy teksten 24 miljoen wurden. Guon wurden komme (hiel) faak yn de TDB foar, oaren (folle) minder faak. Dat makket de TDB in gaadlik ynstrumint om ferlykjende tellingen te meitsjen en om op dy manier fêst te stellen hokker wurden blykber troch de Fryskskriuwers sels as in soarte fan standert oanfield wurde.

Om te begjinnen in foarbyld dat ek yn de presintaasjes foar de steatekommisjes brûkt is. De getallen jouwe oan hoe faak oft in wurd yn de TDB foarkomt:

Wurd	Frekwinsje	Wurd	Frekwinsje
ûnder	28945	onder	2009
sûnder	16495	sonder	1281
wûnder	2841	wonder	282
rûm	253	rom	2106
rûmte	385	romte	2870
stie(n)	25412	ston	0

De foarkar by Fryskskriuwers foar beskate foarmen is hjir moai dúdlik oan ôf te lêzen. It HWB lit fan de earste fiif wurden deselde foarkar sjen[19]. It HWB jout by it lemma *stean* de foarm *ston* net as doetiid en mulwurd, op grûn fan it gebrûk fan de Fryskskriuwers sels is dat mei rjocht.

Yn de presintaasjes foar de steatekommisjes is it foarbyld *mei-inoar* jûn as foarbyld fan in ûnwissichheid dy't de Wurdlist oplost. By de presintaasje is oan de oanwêzige steateleden en de deputearre útlein dat de kar foar *mei-inoar* ynhâldt dat der yn in eardere faze in kar makke is foar *inoar*, en dus net foar *inoarren*, *mekoar(ren)*, *elkoar(ren)*. De farianten op *-oarren* komme yn de TDB amper foar, *inoar* komt 6681 kear foar, *mekoar* 499 kear en *elkoar* 5293 kear. Op grûn fan de frekwinsje falt *mekoar* ôf. *Inoar* wint it fan *elkoar*, dat lykwols ek ridlik faak foarkomt. Distansjearring is de reden dat de kar op *inoar* fallen is.

De wurdlist wykt mei de kar foar *inoar* ôf fan it HWB, dat *inoar* (fariant *inoarren*); *elkoar* (fariant *elkoarren*) en *mekoar* (fariant *mekoarren*) as aparte yngongen jout. It komt faker foar dat ôfwykt wurdt fan it HWB. De reden dêrfoar sit him yn it feit dat mei it definiearjen fan de Wurdlist Frysk foar it earst op metanivo besluten nommen wurde moasten oer in taalnoarm. De eardere wurdboekskriuwers hiene net soks om op werom te fallen, dat gauris moast op wurdnivo in yndividueel beslút oer haad- en njonkenfoarmen nommen wurde. Yn de praktyk sil lykwols bliken dwaan dat yn fierwei it grutste part fan de gefallen de wurdlist de kar fan it HWB folgje sil.

Yn it neikommende sille de seleksjemetoaden fan de FA neier taljochte wurde. Dat wurdt dien oan de hân fan inkelde konkrete foarbylden dy't troch guon leden fan de troch de provinsje ynstelde oerliskommisje 'stavering en standert' oandroegen binne.

De earste fraach giet oer de kar tusken de foarnamwurden *do* en *dû*. *Do* komt 3557 kear foar en *dû* 580 kear[20]. De kar falt op *do*, it HWB hat *do* as standert, *dû* as fariant.

Yn it gefal fan *kastje* / *kastke* is de ferhâlding 52 / 156. De kar falt op *kastke*, it HWB jout *kastke* as earste ferlytsingsfoarm.

Damme komt 17 kear foar, *damje* 302 kear. De kar falt op *damje*, it HWB jout *damje* as earste foarm en *damme* as fariant.

It antwurd op de fraach hoe't tusken haadwurden op *-ens* en *-heid* keazen wurdt, is dat as beide foarmen foarkomme, se ek beide yn de list opnommen wurde. Dat wurdt dien om't hjir sprake is fan morfologyske en (soms) semantyske fariaasje. De wurdlist stiet hjir yn in

[19] Yn it HWB komt *onder* hielendal net foar, mar de staveringshifker hat *onder* al.
[20] Foarmen op *-sto* en *-stû* binne ek meiteld. Om't fanwegen de hege frekwinsje der gjin ein oan de tellerij kaam, binne hjir allinne foarmen mei in frekwinsje heger as 17 meinommen. Merk op dat de TDB net lemmatisearre is, it totaal foar *do* sil wat leger wêze, om't *do* as haadwurd hjir ek yn sit.

tradysje. It *Juridisch Woordenboek Nederlands Fries* (2000:19) meldt dat de fariaasje yn wurden op *-ens* en *-heid* hieltyd honorearre is.

Op grûn fan it kritearium dat yn prinsipe de finale 'e' behâlden bliuwt, wurdt foar *helte* keazen en net foar *helt*. Dy kar wurdt stipe troch de taaldatabank: *helt* komt 66 kear foar, *helte* 3800 kear. It HWB hat allinne *helte* opnommen.

Diene komt 1284 kear foar, *dienen* 662 kear. De kar falt op *diene*, it HWB jout *diene* as earste doetiidsfoarm meartal. Yn ferlykbere gefallen as *hiene(n)* en *soene(n)* litte de sifers in foarkar foar de foarm sûnder 'n' sjen.

Hja komt 1400 kear foar yn de taaldatabank, *hju* 0 kear. De kar falt op *hja*, it HWB jout allinne *hja*. De foarm 'hja' liket yn de sprektaal tige leechfrekwint te wêzen. 'Hju' soe noch wol ris in gruttere sprieding hawwe kinne en noch yn libbener gebrûk wêze kinne as 'hja' (sjoch Hof 1933:179). Dochs kieze de Friezen der yn de skriuwtaal foar om dy lêste foarm foar kar te nimmen.

Sy komt 4871 kear foar, *se* 74270 kear. Nettsjinsteande it grutte ferskil wurde beide foarmen opnommen, om't *se* de enklityske foarm fan *sy* is (*sy* wurdt *se* as it gjin, of minder klam krijt. It HWB hat *sy* (fariant *sij*) en *se* beide as selsstannige yngongen opnommen.

Hoewol't *sneon* mear as 12000 kear foarkomt, en *saterdei* mar 35 kear, wurde beide opnommen, want it binne leksikale farianten fan inoar. It HWB hat *sneon* en *saterdei* dan ek as selsstannige yngongen opnommen.

De ferhâlding tusken *neist* en *nêst* is 3300 om 983[21]. De kar falt op *neist*. It HWB jout *neist* as standert en *nêst* as fariant. Merk op dat *njonken* ek yn de Wurdlist komt, want dat is in leksikale fariant fan *neist/nêst*.

Witte komt 6471 kear foar, *wite* 1530 kear[22]. De kar falt op *witte'*. It HWB hat *witte* as standert, *wite* as fariant.

Hyt en *hjit* binne wat lestich, om't it hjir sawol om de tiidwurden *hite/hjitte* gean kin as om de eigenskipswurden *hyt/hjit*. *Hyt* ferliest it mei 443 foarkommens rom fan *hjit*, dat 1675 kear foarkomt. De kar falt op *hjit*. It HWB jout foar it eigenskipswurd *hjit* as standert en *hyt* as fariant. It tiidwurd *hjitte* is yn it HWB de standert en *hite* de fariant.

By de kar tusken *wilens*, *wylst* en *wyls* spilet mei dat de beide lêste as farianten fan inoar beskôge wurde. *Wylst* komt mei 4206 foarkommens folle heger út as *wyls*, mei 30 foarkommens. *Wilens* komt 673 kear foar en de fariant *wiles* 1 kear. De kar falt op *wylst* en *wilens*. It HWB jout *wylst* as standert en *wyls* as fariant. *Wilens* is yn it HWB de standert en *wiles* wurdt, nettsjinsteande dat it eins net foarkomt, as fariant jûn.

Leep komt 5 kear foar, *ljip* 805 kear. De kar falt op *ljip*. It HWB jout *ljip* as standert en *leep/liip* as farianten[23].

---

[21] It totaal foar *nêst* sil leger útfalle, om't it haadwurd hjir ek yn meiteld is.
[22] It totaal foar *wite* sil leger útfalle, om't it eigenskipswurd hjir ek meiteld is.
[23] NB: De foarm *kivyt*, wurdt, nettsjinsteande de grutte sprieding dy't by Hof (1933:86) te sjen is, net opnommen yn de wurdlist.

Hiel komt 25350 kear foar, *heel* 1000 kear. De kar falt op *hiel*, hoewol't *heel* de âldste rjochten hat en *hiel* mar yn in betreklik lyts gebiet eigen is. Dat lit sjen dat distansjearring in rol spilet yn it skriftlike taalgebrûk fan de Friezen. Distansjearring is, lykas earder sein, ek in kritearium dat foar de Wurdlist brûkt wurdt.

Ien konklúzje is yn alle gefallen dat yn de foarbylden hjirboppe de kar foar de Wurdlist, hokfoar kritearium ek brûkt wurdt, hast altyd lykop rint mei dy fan it HWB. Op himsels hoecht dat nimmen te fernuverjen, want it HWB is de delslach fan desennia wurdboekûnderfining. De brûkers fan it HWB binne der al sûnt 2008 oan wend, en grif al langer, dat der standertfoarmen en farianten binne. Yn de Ynlieding fan it HWB stiet op side X te lêzen dat dat wurdboek in fierdere stap is op wei nei in Fryske standert:

> It Frysk hat noch net in útkristallisearre standert, wat betsjut dat yn de praktyk mear as ien fariant as goed akseptearre wurdt. By de opset fan it wurdboek is der foar keazen om by dy praktyk oan te sluten. Likegoed is yn it wurdboek wol in kar dien, want in hânwurdboek is der net foar ornearre om alle mooglike farianten op te nimmen. Troch dat ûntbrekken fan in strakke standert is it foar de wurdboekredakteur net altyd mooglik om út te meitsjen wat de foarkarsfoarm wêze moatte soe. It kin wêze dat in brûker in fariant leaver as in haadyngong of sels as iennichste yngong sjoen hie. Yn it wurdboek is bygelyks keazen foar *brâne* as haad- en foar *baarne* as njonkenfoarm. Dy kar is dien om it grûnwurd en gearstallingen en ôfliedingen dêrmei alfabetysk byinoar te hâlden. De purist dêrfoaroer hie grif keazen foar *baarne*, omdat dat fierder fan it Nederlânsk ôf stiet.
> Njonken de geef-Fryske farianten komme ynterferinsjes út it Nederlânsk yn it Standertfrysk foar. Guon dêrfan wurde algemien akseptearre as hearrend ta it Frysk en binne sûnder mear yn it wurdboek opnommen. Minder akseptearre ynterferinsjes binne foarsjoen fan in markearring. It is hiel goed mooglik dat de brûker oars oer dy ynterferinsjes oardielet.

De frekwinsjelisten litte sjen dat de keazen standertfoarm yn it HWB yn 'regel oerienkomt mei it taalgebrûk fan de mearheid fan de Frysk**skriuwers** sels. Dat sil mei in reden wêze dat de standerdisearring dy't trochfierd is yn it HWB net laat hat ta protesten fan brûkers.

It *Groene boekje* makket ek gebrûk fan frekwinsjegegevens, de wurdlist is

> gefilterd uit onder meer de tekstcorpora die beschikbaar zijn bij het Instituut voor Nederlandse Lexicologie, met name bij diens Centrale voor Taal- en Spraaktechnologie (TST-centrale), en uit materiaal dat vrijelijk beschikbaar wordt gesteld op het world wide web.
>
> De Belgisch-Nederlandse woorden werden getoetst aan een aantal bekende lexica waaronder het Referentiebestand Belgisch-Nederlands van de Nederlandse Taalunie, dat ruim 4000 hedendaagse Belgisch-Nederlandse woorden bevat, en aan de gebezigde woordenschat op Vlaamse websites. Voor de selectie van de Surinaams-Nederlandse woordenschat werd een beroep gedaan op verschillende Surinaamse experts; de geselecteerde lijst hebben we vervolgens getoetst aan krantenedities en ander materiaal dat beschikbaar is op het internet. Bij de samenstelling en de selectie van de lijst Jiddisje en

> Hebreeuwse woorden werd samengewerkt met de Werkgroep Hebreeuwse en Jiddisje woorden in het Nederlands.

It betrouwen op de ûnderskate korpora giet safier dat by

> samengestelde en afgeleide woorden […] alleen meervoudsvormen (worden) gegeven die zijn aangetroffen. De woordenlijst heeft immers een beschrijvend karakter en wil niet aangeven wat weliswaar theoretisch mogelijk is, maar niet of nauwelijks door de taalgebruikers wordt gebezigd. Vandaar de lijst *analyse, analysen, analyses; arbeidsanalyse; kosten-batenanalyse, kosten-batenanalyses*; *jaar, jaren; collegejaar, collegejaren; eindexamenjaar; oudejaar*.

Soks sterket de FA yn it betrouwen dat de TDB in gaadlik ynstrumint is by de seleksje fan wurden foar de Wurdlist Frysk sa't er yn oerlis mei de provinsje gearstald wurdt. Ut soarte sille yn de 'Ynlieding' ta de Wurdlist alle seleksjekritearia en de rol fan de TDB dêryn wiidweidich taljochte wurde.

2.2 'Ekonomyske' gefolgen fan de Wurdlist

Tsjinstanners fan de wurdlist hawwe as beswier tsjin it ynfieren fan in noarmearjende wurdlist, en de dêroan keppele staveringsoanpassing, ynbrocht dat dat finansjele gefolgen hawwe sil foar útjouwers fan (skoal)boeken. As útfierder fan in opdracht is it net oan de FA om te ûndersykjen wat oft de finansjele gefolgen binne foar tredde partijen. Soks leit op de wei fan de opdrachtjouwer.

3 Stavering

De fraachnûmers dêr't hjirûnder nei ferwiisd wurdt komme út it stik fan Henk Wolf fan 3 febrewaris 2014.

<u>Antwurd FA op fraach 1.1</u>
It steatestik fan 24 april 2013 stiet wat de FA oanbelanget sintraal yn de diskusje.

<u>Antwurd FA op de fragen 1.2 en 1.3</u>
De FA hat de oanpassing fan de staveringsregels dêr't no oer diskusjearre wurdt yn it advys oan PS wiidweidich omskreaun. Dy regels binne lykwols mar in ûnderdiel fan de wiidweidige beskriuwing fan it Fryske staveringssysteem dat de FA yn de ynlieding op de standertwurdlist opnimme sil. Yn dat gruttere ramt sille de oanpassingen ferantwurde wurde. It is yndie sa dat dat gruttere ramt formeel net oan de oarder is yn de diskusje, mar it liket de FA dochs goed en wiis op dat gruttere ramt. Dat ramt sil ek in histoarysk perspektyf hawwe, yn dy sin dat de staveringsregels en oanpassingen dêrop fan resp. 1879, 1945, 1976, 1982 en 2013 oan de oarder komme sille.

<u>Antwurd FA op fraach 1.4</u>
De FA hat der uteraard gjin inkeld probleem mei dat relevante stikken foar elk tagonklik binne en dat it oerlis dêroer giet.

<u>Opmerking oer de tekst fan Wolf</u>
Sitaat Wolf, paragraaf 2: '[…] it Frysk en hjirmei de **dúdlikens** (fetprint FA) dy't der bestiet oer hoe't guon wurden skreaun wurde moatte, ferhelpe.'
Wolf liket hjir in PS-stik te sitearjen, mar it fetprinte wurd is net konfoarm dy tekst. Dêr stiet: 'ûndúdlikens'.

Antwurd FA op fraach 2.2
It dûblet 'duur' – 'dier' is wol neamd, mar doe waard referearre oan in artikel fan Marijke Mooijaart oer it ûntstean fan de Nederlânske standert yn de njoggentjinde ieu.

Antwurd FA fraach 2.2.d
In nijsgjirrige fraach, dêr't it antwurd op faaks better troch de redaksje fan de *Woordenlijst Nederlandse Taal* jûn wurde kin.

Antwurd FA op fraach 4.1
Wolf syn ynterpretaasje is korrekt.

Antwurd FA op fraach 4.2
De FA stribbet der yndie nei om dêr't it kin it wurdbyld yntakt te litten. Dat stribjen komt nei foaren yn de útstelde oanpassing fan de regel oangeande de stavering fan de 'oe/û'.

Antwurd FA op fraach 4.4.a
De stavering fan it Frysk wurdt sûnt 1879 (min ofte mear) offisjeel beregele. De regels binne fan tapassing op sawol eigene as frjemde wurden. De inkelde regeloanpassingen wike net fan dat prinsipe ôf.

Antwurd FA op fraach 4.4.b
De beide lêste foarbylden, 'koereur' en 'foerazjearje', falle net ûnder de regeloanpassing fan 2013. Foar in fierdere útlis wurdt hjir ferwiisd nei it antwurd op fraach 4.4.c.
'gûlasj' wurdt yn oerienstimming mei de beregeling fan 1982 mei 'û' stavere. Yn it HWB is hjir de regel net goed tapast.

Antwurd FA op fraach 4.4.c
As ekstra útlis by wat de beide meiwurkers fan de FA sein hawwe ferwiist de FA jerne nei drs. F.B. Dykstra syn *Stavering* (twadde printinge), side 57. Dêr stiet:
'[…] De *û* kin allinnich mar in ienlûd wêze, sawol lang as koart. Foar de *oe* jildt, dat it net allinnich in lang of in koart ienlûd wêze kin, mar ek noch in twalûd. / *Regel:* Wannear't de *oe* as twalûd útsprutsen wurdt, moat altyd mei *oe* stavere wurde en nea mei *û*. / […] Foar de *–r* wurdt altyd *oe* stavere, om't foar de *–r* in *oe* net oars as in twalûd út te sprekken is.'

Antwurd FA op fraach 5.1
Op grûn fan ús oersjoggen kinne wy oannimlik meitsje dat oer de hûndert grûnwurden mei de 'âlde' staveringsregels om moatte soene. Dêr binne nochal wat frekwinte(re) wurden by. Yn it advys oan PS is oanjûn dat it tal wurden dat om (of nei 'û' of nei 'oe') moat nei de regeloanpassing minder as fjirtich is. It giet dan om hast allinnich mar (tige) leechfrekwinte wurden. In oersjoch fan de wurden dêr't it om giet wurdt jûn yn in taheakke[24] by dit stik.

Antwurd FA op fragen 5.1 en 5.2
Op advys fan de FA hawwe PS besletten om guon regels foar de [u(:)]-klank oan te passen. It advys is sa skreaun om derfoar te soargjen dat nije learders fan it Frysk de gelegenheid krije om harren mei regels rêde te kinnen. Listen mei útsûnderingen jouwe allinnich mar argewaasje en moatte dêrom ta in minimum beheind bliuwe (elke stavering hat al útsûnderingen, de Fryske dus ek).

Antwurd FA op de fragen 5.3.a en 5.3.b
Der bestiet gjin inkelde ûndúdlikheid oer. Ommers, yn it advys oan PS wurdt neamd dat de stavering fan de doetiid fan de oanbelangjende tiidwurden net wizige wurdt. Under doetiid wurde hjir de ûnfolsleine en de folsleine tiidwurdfoarm rekkene. Yn it *Wurdboek fan de Fryske taal/Woordenboek der Friese taal* is dat prinsipe ek hantearre.

[24] It giet hjir om in foarriedige list fan wurden sa't dy op 7 april 2014 bekend wiene.

Men hâldt fansels altyd guon Fryskskriuwers oer dy't muoite mei de ynterpretaasje of it lêzen fan regels hawwe en krekt dêrfoar hawwe PS derfoar keazen om in standertwurdlist foar it Frysk te ûntwikkeljen. Elk kin yn de ynlieding dêrfan neiere regelútlis fine en boppedat de skriuwwize fan wurden opsykje.

Antwurd FA op fraach 5.4
It seit himsels dat de persoanlike miening fan meiwurkers fan de FA hjir gjin rol spilet. It giet om in advys fan de FA oan PS.
Dizze fraach kin om syn formulearring winliken dus net beantwurde wurde.
Likegoed folget hjirûnder de beantwurding fan de fraach troch de FA hoe't op basis fan de nije regels (2013) foar de werjefte fan [u(:)]-klank de wurden by Wolf yn a. oant en mei u. skreaun wurde moatte.

Stavering fan de wurden yn a. oant en mei u. neffens de regeloanpassing 2013. De formulearring fan dy regeloanpassing is dizze: as it dúdlik oerienkomstige Standertnederlânske wurd in <oe> hat, dan hat it Fryske wurd dat ek.

a. Boesgroen; it oerienkomstige Standertnederlânske wurd is uteraard 'boezeroen', en net in synonym dêrfan.
b. Woechsen; sjoch it antwurd op fraach 5.3.
c. Folwoechsen; stavering hâldt no ien kear rekken mei lykfoarmigens.
d. Koese; it wurd is fan Frânsk komôf en hat him yn sawol it Frysk as it Nederlânsk nestele. 'koese' is ôflaat fan 'koes'. 'koes'hat as njonkenfoarm 'koest'. It Nederlânsk hat dy beide foarmen likegoed, al bestiet it tiidwurd 'koese' yn modern Nederlânsk net mear. Ferlykje dêrta it WNT ûnder 'koest' en de digitale Van Dale ûnder 'koest'. Twivel oer de stavering fan it Fryske wurd is der net.
d. Roeie; de regeloanpassing fan 2013 giet net oer twalûden.
e. Bûk en bûkebeam; Wolf hellet it *Woordenboek der Nederlandsche Taal* oan, mar op it oanbelangjende plak stiet dúdlik dat 'boekel' gjin Standertnederlânsk wurd is, mar tige regionaal is (sjoch WNT ûnder it lemma boek I).
f. Stûf; by dizze regel jildt altyd: as men it Standertnederlânske wurd net ken, moat men it opsykje. Tanksij de Standertwurdlist kin men streekrjocht yn in Frysk helpmiddel sykje.
g. Hoenear; hjir jildt fansels wer it prinsipe fan de lykfoarmigens en in synonym docht net mei oan de regel.
h. Brûs; wa't de earste rigel al fan WNT broes I lêst, sjocht dat dat Nederlânske wurd net ta it Standertnederlânsk rekkene wurde kin.
i. Bloeske; it kloppet dat it Nederlânsk sawol 'bloes' as 'blouse' hat. Mar, wa't goed nei de wurden sjocht, bygelyks yn Van Dale, kin sjen dat de beide wurden fan Frânsk komôf in ûngelikens libben liede. De foarm 'blouse' hat de Frânske stavering en de Frânske útspraak mei in finale sjwa: yn de nijste digitale Van Dale sa werjûn /blu:zə/. De Nederlânske fariant 'bloes' hat dy útspraak net: /blus/. Dat moat de ferklearring derfoar wêze dat it Nederlânsk beide farianten hat. It Frysk hat it Frânske wurd folslein oanpast sûnder dy finale sjwa en dêrom wurdt by de stavering neffens de regels fan 2013 útgien fan de Nederlânske foarm 'bloes'. De stavering 'blûs' is dan ek gjin opsje. As men yn it Frysk lykwols it wurd op syn Frânsk útsprekke en dêrneffens staverje wol, wurket in oare, al langer besteande regel, nammentlik dat de 'ou' yn Frânske wurden oan it Fryske staveringssysteem oanpast wurdt troch in 'û' te staverjen. Ferlykje dêrta 'gûlasj'. Men soe yn dat gefal de wurdfoarm 'blûze' krije.
j. [komt net by Wolf foar].
k. Doe; 'toen' is dúdlik it oerienkomstige Standertnederlânske wurd. Sjoch foaral ek http://etymologiebank.nl/trefwoord/toen.

l. Toefe; mei it each op de sibskip mei it Nederlânske ‘toef(je)’.
m. Pûste (en gearstallingen en ôfliedingen); it Nederlânske ‘poesten’ is regionaal en feràldere.
n. Falt net ûnder de regeloanpassing 2013.
o. Falt net ûnder de regeloanpassing 2013.
p. Poep (en gearstallingen en ôfliedingen); komt oerien mei it Standertnederlânske ‘poep’.
q. 1. Doezelje; besibbe oan it Nederlânske ‘doezelen’.
   2. Dûzelje; hat as Nederlânsk kognaat ‘duizelen’.
r. Kloek; foar de goede stavering sjoch WNT Kloek I A en Van Dale (yn relaasje ta it HWB).
s. Falt net ûnder de regeloanpassing fan 2013.
t. Poeke en poeky; foar mear ynformaasje oer de foarm poeke wurdt hjir ferwiisd nei WFT (poeke) en WNT (poet II), de foarm ‘poeky’ is in ferlytsingsfoarm fan ‘poeke’. De foarmen ‘poekie’ en ‘poeke’ komme yn it Nederlânsk foar en wurde dêr uteraard mei ‘oe’ stavere. De parallelle foarmen fan ‘poeke’ wurde yn it Nederlânsk ek mei ‘oe’ (‘poet’) stavere, dat twivel oer de stavering fan de Fryske wurden ‘poeke’ en ‘poeky’ is der net. Dat dy beide wurden net ientwatrije yn wurdboeken te finen binne, seit net alles. Der is gâns Nederlânsk dat net yn in wurdboek belein is. Wa’t bygelyks op Google sjocht, fynt de wurden by de rûs as gewoan Nederlânsk.

Antwurd FA op fragen 5.5.a en 5.5.b
It soe in frijwat ynstabyl wurdbyld jaan as de stavering fan ôfliedingen en gearstallingen net ynjûn waard troch de stavering fan it grûnwurd. Dat net altyd yn staveringsregels skreaun wurdt dat de stavering fan grûnwurden liedend is, leit dan ek foar de hân. De regeloanpassing fan 2013 komt boppedat net oan de basisprinsipen fan de Fryske stavering.
De stavering fan de pearen ‘Amearika’ – ‘Amerikaansk’ en ‘wyt’ – ‘witens’ binne nammers fan oare oarder. Yn de gefallen lykas ‘Amearika’ – ‘Amerikaansk’ jildt de ‘âlde’ regel dat yn ûnbeklamme wurdlidden de stavering fan it grûnwurd (op basis fan de útspraak) oanpast wurdt. By ‘wyt’ – ‘witens’ giet it om feroaring fan in letterteken yn in iepen wurdlid. Dat is ek in âlde staveringsregel.
Fierdersoan wurdt hjir ferwiisd nei it antwurd op fraach 5.3.

Antwurd FA op fraach 5.6.a
Hjir wurdt nei twa ferskillende saken frege:
a. in list mei wurden dy’t troch de staveringsoanpassing fan 2013 feroarje.
Dy list soe nei it opleverjen fan de wurdlist te meitsjen wêze, mar wat hat de staverder fan it Frysk deroan? Yn de Standertwurdlist is de krekte stavering fan de wurden te finen. Boppedat wurdt de nije staveringshifker sa ynrjochte dat de brûker dalik de oanpaste stavering te sjen krijt, soe er in wurd staverje neffens de eardere staveringsregels.
b. in list mei ûndúdlikheden nei de staveringsoanpassing fan 2013.
Yn 5.4 jout Wolf in listke mei neffens him ûndúdlikheden nei de staveringsoanpassing fan 2013. Al Wolf syn ûndúdlikheden jouwe lykas oantoand is gjin problemen. De fraach om sa’n list is dus oerstallich.

Antwurd FA op fraach 5.6.b
It giet de FA net om boppe- en ûndergrinzen, mar om heldere regels. De nije regel is sa omskreaun yn it advys dat laat hat ta it steatebeslút fan 2013 dat in minimum tal wurden fan wurdbyld feroarje moat by in heldere regel.

Antwurd FA op fraach 6.2
It útgongspunt fan de FA is om de stavering (sa mooglik) mei rêst te litten, mar omdat guon regels net wurkber binne, hat de FA PS advisearre om dy regels sa oan te foljen dat se learber binne en amper konsekwinsjes hawwe foar de stavering fan konkrete wurden.

Foarbyld: troch de (hjir en dêr ûndúdlike) regeling fan de stavering fan frjemde wurden (1982) komme yn de praktyk fan foar it steatebeslút fan 2013 net maklik ferklearbere oplossingen foar (*f*okaal, njonken*f*okaal, ynter*v*okaal). Ta geriif fan de staverder binne de helderheid fan regel en stabiliteit fan it wurdbyld winst.
Foarbyld: yn de praktyk sjocht men de staveringen 'televyzje' en 'telefyzje' neistelkoar. Troch it steatebeslút fan 2013 krijt de staverder helderens.
Foar in wiidweidiger antwurd wurdt hjir ferwiisd nei it advys fan FA oan PS.

Antwurd FA op fragen 6.3.a en 6.3.b FA
Alderearst moatte hjir twa saken rjochtset wurde.
Foarst. Wolf wol hawwe dat de beregeling yn syn paragraaf 6 in 'oanpassing' is, mar wa't it advys fan de FA oan PS goed lêst, sjocht dat it net om in oanpassing giet. Yn it advys stiet ûnder mear dit:

> Yn de beregeling foar frjemde wurden (DS 1982) wurdt yn ôfdieling B, regel 18, oer de stavering fan de <v> en <z> yn frjemde wurden dit sein: 'v oan it begjin fan in wurd, wurdt yn it Frysk mei f- stavere / z oan it begjin fan in wurd, wurdt yn it Frysk mei s-stavere'. Mear wurdt oer de stavering fan de /v/ en de /z/ net regele en yn de praktyk is dat te min.

Yn it útstel dat PS oannommen hawwe, giet it dus om in oanfolling op in besteande regel. Trochdat yn 1982 de regeling foar de oanbelangjende klanken net tarikkend wie, is der yn de praktyk in soad ûnwissigens oer de stavering fan dy klanken. Neffens Wolf hawwe de oanbelangjende wurden 'yn alle gefallen noch in wurdbyld dat rûnom stipe wurdt.' Mar, krekt omdat de praktyk oars is as Wolf úthâldt, hat de FA útsteld om de regel út te wreidzjen. Yn it útstel hat de FA foarbylden jûn wêr't yn de praktyk de ûndúdlikheden te finen binne.

Twad. De Fryske wurdfoarm 'fyzje' komt, oars as Wolf úthâldt, wol yn Fryske wurdboeken foar. Sjoch it WFT ûnder 'fizy' yn it sitaat fan 1975 en it digitale WFT ûnder 'fisy'/'fyzje', de Nije list fan frjemde wurden (2000) en it resinte HWB.
Fierdersoan hellet Wolf hjir stavering en wurdfoarming trochelkoar. 'fisy' soe net stavere wurde kinne as 'fyzje', mar it binne twa korrekt stavere ferfryskingen fan it frjemde wurd 'visie' of in fariant dêrfan. De foarm 'fisy' hat him allinnich mei de begjinklank oan it Frysk oanpast, de foarm 'fyzje' is fierder gien mei it oanpassen oan it Frysk. Mar, foar de stavering fan it Fryske wurd makket it neat út. As men de foarm 'fisy' foar kar nimt, wurdt dy mei de regelútwreiding fan 2013 krektlyk behannele as 'fyzje': de stavering is altyd mei in 'f'.
Wolf syn punt 2. ferfalt dus, omdat 'fyzje' wol bestiet.
Wolf hat der beswier tsjin dat wurden dy't etymologysk wat mei elkoar te krijen hawwe kinne, in ûngelikens wurdbyld krije kinne. Mei de regel fan 2013 is lykwols prima te wurkjen en as Fryskskriuwers twivelje, kinne hja gebrûk meitsje fan it ark dat PS beskikber steld hawwe: de Wurdlist Frysk.
Koartsein: De FA is fan betinken dat Wolf syn beswieren gjin fûnemint biede foar oanpassing fan it advys fan de FA.

Antwurd FA op fraach 7.2
Hjir kin m.m. ferwiisd wurde nei de motivaasje yn it advys dat laat hat ta it steatebeslút en de beantwurding fan fraach 6.2.

Antwurd FA op fragen fraach 8.1.a, 8.1.b en 8.1.c
PS hawwe de FA net frege om ûndersyk te dwaan nei de didaktyk fan it Fryske staveringsûnderwiis. Lykwols hat de FA, lykas sein, mei ûnderwiisminsken praat oer it ynfieren fan in noarmearjende list. De reaksjes dêrop wiene sa dat de FA der betrouwen yn hie dat it ûnderwiis mei in noarmearjende wurdlist in wolkom stik ark leverje kinne soe. Letter die bliken dat der yn it ûnderwiisfjild sels ferskillend oer tocht waard. Blykber binne der yn it fjild útinoar rinnende ideeën wat de didaktyk fan it staveringsûnderwiis oanbelanget. Yn dy situaasje is it foar de FA lestich om him yn in blykber ûnder spesjalisten fierd debat oer de didaktyk fan it staveringsûnderwiis te jaan.

Wolf, sa docht bliken op side 25 fan syn stik, hat der soarch oer dat learkrêften út it basisûnderwiis dy't de ôfrûne jierren mei stipe fan de provinsje oan de hegeskoallen it Frysk skriuwen leard hawwe, 'troch in didaktysk ûntrochtochte wiziging fan de stavering der samar de brui oan jaan kinne, op 'e nij op kursus moatte of de bern de stavering ferkeard oanleare.' 'Dy konsekwinsjes' lykje Wolf 'earnstigernôch om de stavering net haljetrawalje te wizigjen.' De FA wol op dit plak opmerke dat it hjir giet om *ûnderstelde* konsekwinsjes. Je soene dêr likegoed de *ûnderstelling* foaroer sette kinne dat learkrêften út it basisûnderwiis tenei mei de helpmiddels en konsekwinte staveringsregels dy't harren oanbean wurde mei mear fertrouwen staveringsûnderwiis jouwe.

4. Ferskaat

Neffens de planning wurdt it Taalweb Frysk, dêr't de Wurdlist en de staveringshifker ûnderdiel fan útmeitsje, op 1 july 2014 oplevere. De fragen dy't yn it stik fan Breuker steld binne oer nut en winsklikheid fan it wurdboekportaal en de automatyske oersetter Frysk-Nederlânsk en oarsom, beskôget de FA as net relevant foar de diskusje. De FA nimt datselde stânpunt yn oangeande fragen oer de kosten fan Taalweb en it tal oeren dat dêryn stutsen wurdt.

Amtlike reaksje fan de provinsje Fryslân op de staveringsnotysje fan Henk Wolf fan 3 febrewaris 2014

Opmerkings foarôf:

- Der wurdt yn de ynlieding steld dat it de opsteller muoit dat de FA en de provinsje net of amper ynhâldlik reagearre hawwe op de beswieren fan tsjinstanners. De provinsje docht dit bewust, dit is nammentlik har rol. Us taak is om mei de ferskillende partijen út it fjild te praten om harren arguminten te fernimmen en dy mei te nimmen yn it be- slútfoarmingsproses. Wy advisearje DS en riede de beslútfoarming ta, wy nimme gjin posysje yn it debat yn troch sels (publyklik) mei te diskusjearjen.

- Yn boppeneamde notysje wurdt konsekwint de datum fan 7 juny 2013 neamd as de datum wêrop't de staveringsjûn holden is. Dat is net it gefal, dy wie op 28 juny 2013. Op 7 juny hat der in gearkomste fan It Skriuwersboun west, dêr't ek oer de stave- ringskwestje praat is.

- Yn de ynlieding op side 3 stelt de opsteller *Yn 2013 en 2014 is yn Fryslân wakker diskusjearre oer twa mei-inoar gearhingjende saken, nammentlik in wiziging fan de offisjele staveringsregels foar it Frysk en it meitsjen fan in standertwurdlist dy't (al dan net offisjeel) in leksikale noarm stelt foar it skriuwen fan it Frysk. Ik bin fan beide sa- ken gjin foarstanner.* Op side 11 wurdt dat lykwols nuansearre: *Wy binne it der dan automatysk ek oer iens dat de besteande regelingen it bêste feroare wurde kinne. Hoe't dy feroaring derút sjen moat, binne wy it mooglik net oer iens.* De kursive tekst- passaazjes lykje mei-elkoar yn tsjinspraak te wêzen. Moat de earste útspraak net nef- fens de twadde útspraak nuansearre wurde?

- Wy pleitsje derfoar om de term 'Standertwurdlist' ôf te skaffen en neam it tenei 'Wurd- list'. 1.1 Yn prinsipe is it steatestik dêr't PS op 24 april oer besluten hawwe jildend. De provinsje hat (bestjoerlik en amtlik) by de staveringsjûn fan 28 juny wol oanjûn dat fan it ferplichtsjen of ferbieden fan wurden gjin sprake is. Dit sil by it definitive advys korrizjearre wurde. Faaks binne der ek noch oare wizigings mooglik, dy't noch net oan it ljocht kommen binne. Fierder moatte net allinnich de tsjinstanners rekkening hâlde mei it feit dat it formeel fêststelde stik op guon passaazjes achterhelle is, ek de FA moat rekkening hâlde mei it feit dat it formele beslút fan PS net ien op ien útfierd wurde kin. Dat is har lykwols wol per formele brief op 25 april 2013 meidield, mar de diskusje nei dy tiid en de staveringsjûn hat dit yn in oar deiljocht set. 1.4 Dat ferwachtsje wy wol. It die lykwols bliken dat der by it tapassen fan de besteande sta- veringsregels yn de praktyk sprake wie fan ôfwikings. Wy geane der fanút dat dit no net mear it gefal wêze sil en dat de regels

dekkend wêze sille. It is nammers allinnich PS dy't tenei alle offisjele regels fêststelle sil, DS draacht it foech oer de útlânske wurden wer oer oan PS. Dit sil definityf makke wurde by de finale beslútfoarming. It staveringsoerlis sa as dat op dit stuit plakfynt, is net de diskusje oer it finale einprodukt fan de FA. Dêr moat it wol oan bydrage. Fansels moatte wy ús no besearje op de stikken dy't der no beskikber binne. Wy meie de FA der op fergje om de stikken dy't bydroegen hawwe oan it advys sa as it der no leit, ek op tafel komme. By de finale beslutfoarming troch PS (en dus yn it beslútfoarmingstrajekt dat dêr oan foarôf giet) sille relevante stikken beskikber wêze. 2.1a. Yn de earste opdrachtbrief fan de provinsje oan de FA hat de provinsje de folgjende opdracht jûn, wêrby't oan de iene kant sprake is fan in offisjele (foarkar)stavering en in taal- noarm, mar dy't oan de oare kant 'rûmte lit' foar regionale ferskillen:*De Fryske Akademy realisearret de folgjende twa produkten, lykas ek omskreaun yn jo oan- fraach, én stelt dy oan 'e ein fan de trochrintiid foar de brûkers fan it Frysk online (en dêrmei fergees) beskikber:*

1. in nije (digitale) staveringshifker en in (digitaal) Grien Boekje, sa't we dat ûnder dy namme kenne foar it Nederlânsk, as wurdlist foar de Fryske taal sadat dêr mei foar de taalbrûkers in ***offisjele (foarkar)stavering*** *beskikber is;2. in automatyske oersethelp "de Oerset" yn de styl fan Google-translate, dy't it mooglik makket om betreklik flot behoarlike oersettingen te meitsjen.*

Boppedat ferwachtsje wy dat:- der mei de nije staveringshifker/Grien Boekje foar it Frysk foar elkenien dúdlikens komt oer de ***offisjele (foarkar)stavering,*** *dy't breed droegen wurdt,* ***mar wol rûmte lit foar regionale ferskillen,*** *en dy't dêrmei* ***de basis foarmet om yn alle Fryske teksten deselde (foarkar)stavering brûke te kinnen.*** *Dizze stavering is basearre op de troch PS en DS yn respektivelik 1980 en 1982 fêststelde stavering;*

Oan 'e ein fan it opdrachbrief wurdt ek steld:

Troch twa wichtige obstakels, nammentlik de twivel oer de krekte stavering fan it Frysk en de ***oanhâldende ûnwissens oer de taalnoarm,*** *fuort te nimmen tinke wy dat (potinsjele) skri- uwers fan it Frysk har wisser fiele sille mei de beide produkten dêr't dizze beskikking foar ôfjûn wurdt.*

2.1b De opdracht dy't jûn is, wurdt hjir boppe foar in part sitearre en it folsleine opdrachtbrief wurdt oanhelle yn noat 2. De opdracht fan de provinsje is der op rjochte om in Grien Boekje foar it Frysk te realisearjen, mei itselde 'noarmative karakter' as it Nederlânske *Groene Boek- je* lykas oanjûn yn noat 5. Der is perfoarst gjin sprake fan in ferplichtsjend en foarskriuwend karakter. De provinsje hat yn har opdracht wol rekken holden mei it regionale ferskaat, mar hat net de opdracht jûn om alle dialektfarianten op te nimmen yn it Griene

Boekje; dy yn- formaasje is te finen yn de wurdboeken.

3.2a De deputearre bedoelde dat provinsje gjin ferplichtingen opleit wat it gebrûk fan de standertwurdlist oanbelanget. De FA kin wol in leksikale noarm betinke, yn de foarm fan in Grien Boekje foar it Frysk. Dy leksikale noarm kin lykwols oan de iene kant wat romte jaan oan regionaal ferskaat, oan de oare kant slút dy noarm dialektwurden net út, ek al steane se net op de standertwurdlist. Dat is krekt om't dyselde wurdlist gjin ferplichtsjend karakter hat. It noarmjearjende karakter sil itselde wêze as oanjûn yn it foaropwurd fan it Groene Boekje (noat 5).

3.2b Tusken de provinsje en de FA is misbegryp ûntstien oer it ferplichtsjende karakter dat it Grien Boekje wol of net hawwe soe. De provinsje hat de term 'Grien Boekje' hantearre yn har opdrachtbrief fan 6 desimber 2011 en seit dêroer: 'Grien *Boekje, sa't we dat ûnderdy namme kenne foar it Nederlânsk'.* By de betingsten stelde de provinsje ek dat de ynliei- ding fan it Grien Boekje in beskriuwing fan de staveringsregels befetsje moat, lykas yn it Groene Boekje de staveringsregels beskreaun wurde. Op basis fan dy passaazjes hat de FA ûndersteld dat de Fryske wjergader fan 'De *Woordenlijst Nederlandse taal'* (het Groene Boekje) ek deselde wetlike status krije soe en foarskreaun wurde soe oan oerheid en ûnder- wiis. Om't de provinsje dy wetlike ferplichting hielendal net oplizze kin en/of oplizze wol, kaam earst nei yngreven trochfreegjen oangeande dit punt, dit misbegryp oan it ljocht.

Al yn maaie en yn juny, foarôfgeand oan de staveringsjûn fan 28 juny is sawol bestjoerlik (troch it radio-ynterview mei de deputearre) as amtlik (troch Harmen Akerboom) yn de rjochting fan de kritikasters as de FA ôfstân nommen fan it ferplichtsjende karakter. Op 28 juny is dat publyklik útsprutsen en oanjûn yn de presintaasje troch de provinsje.

4.2 Yndie, safolle mooglik. It giet om in regeloanpassing, dy't der op rjochte is om de regels safolle mooglik yn oerienstimming te bringen mei de besteande praktyk.

4.3 Ja, mar fansels bliuwe der wol staveringsregels foar frjemde wurden bestean. Yn de nije staveringsferoardering is der gjin sprake mear fan ferdield foech tusken PS en DS. PS sil tenei wer it foech hawwe oer de algemiene stavering en oer de staveringsregeling foar útlânske of frjemde wurden. Yn de definitive feroardering dy't PS fêststelle sil by de finale beslútfoarming, wurde ek de staveringsregels foar frjemde wurden opnommen en dêrmei ferfalt de separate regeling út 1982. Op side twa, trije en fjouwer fan it steatestik fan 24 april wurdt dêr wiidweidich op yngien.

5.2a It antwurd op fraach 4.2 is 'yndie, *safolle* mooglik'. De FA hat mei har advys dan ek be- socht hjir rekken mei te hâlden. Der is yn de opdracht net steld dat it wurdbyld op gjin inkelde wize feroarje mei. Oer it feit oft in list mei

útsûnderings effektiver is as in regeloanpassing, binne de mieningen ferdield. Út it advys fan de FA docht bliken dat de feroarings binnen it besteande wurdbyld tige beheind binne. It is fansels oan PS om dêr in definitive útspraak oer te dwaan. Wat de frjemde wurden oanbelanget jout it PS-stik fan 24 april oan dat de stander- twurdlist hjir tenei helderheid oer jaan sil. Der komt dus net in aparte list neist de stander- twurdlist.

5.2b Op grûn fan it advys fan de FA en de diskusje dy't dêrnei yn it fjild plakfûn hat, konsta- tearje wy dat der ferdieldheid bestiet oer de fraach oft in list mei útsûnderings effektiver wêze soe as de foarstelde regeloanpassing.

5.4 It is it foech fan de keazen folksfertsjintwurdigers yn Provinsjale Steaten om de stavering en de staveringsregels foar it Frysk fêst te stellen. Deputearre Steaten sille dêrta in foarstel dwaan oan PS en wurde dêrby advisearre troch de Fryske Akademy (ynhâldlik) en de amtli- ke tsjinst (prosedureel). As amtlike tsjint sille wy net op dizze fraach reagearje, ús persoanli- ke miening docht der net ta.

5.6a Wy achtsje de winsk opportún om by ynfiering fan de nije staveringsregeling, basearre op it advys fan de FA fan 18 jannewaris 2013, in list op te nimmen fan wurden dy't op grûn fan it advys tenei oars skreaun wurde moatte. Dêrmei bedoele wy dat "yn ien eachopslach" dúdlik wêze moat hokker wurden feroare binne.

5.6b Nee, wat hiel bot meiweaget is it feit oft wurden frekwint brûkt wurde. It tal heechfre- kwinte wurden (op dit stuit trije) dat feroaret is wichtiger by it meitsjen fan dy ôfwaging, as it totaal oantal wurden.

6.1 Wat de reden is om yn it gefal fan de s/z/f/v ôf te wiken leit de FA út yn it advys.De provinsje hat yn it brief fan 6 desimber 2011 in opdracht jûn oan de FA. De FA komt mei it advys fan 18 jannewaris 2013 werom by har opdrachtjouwer, dêr't sy yn oanjouwe wêr't sy mei de útfiering fan de opdracht tsjinoan rûn binne. De FA hat hjir mei goed hannele om't sy om in útspraak fan it foechhawwend gesach freegje, dy't oer de fêststelde staveringsregels fan 1980 en 1982 hinne giet. De FA seit dêroer yn har advys:*De staveringsfoechhawwer soe op koarte termyn, foardat mei de gearstalling en redaksje fan de wurdlist fan ein gien wurdt, it prinsipebeslút nimme moatte dat it ûndersteande staveringsadvys fan de Fryske Akademy, eventueel mei oanfollingen, oernommen wurde sil en ferwurke yn in folsleine regeling foar de stavering fan it Frysk. Dy folsleine regeling is in yntegraal ûnderdiel fan 'e Standertwurdlist.*

6.2 Wy hawwe *safolle mooglik* ûnderskreaun en dêrmei net steld dat der neat feroarje mei. Dat kin betsjutte dat der dochs wat feroarings plakfine yn it wurdbyld.

6.3a Nee. It wurd fyzje bestiet wol, sjoch it Hânwurdboek. It makket dus al in skoft ûnderdiel út fan it besteande wurdbyld.6.3b De ynhâldike reaksje litte wy oan de FA oer.

7.1 Sjoch it antwurd op 6.1. Dat is hjir ek op fan tapassing.

7.2 Sjoch it antwurd op 6.2. Dat is hjir ek op fan tapassing.

9.1 De oanlieding foar it Grien Boekje binne de skriftlike fragen dy't Provinsjale Steaten yn 2011 steld hawwe en de tasizzing dy't Deputearre Steaten yn de beäntwurding dien hawwe om 'mei de Fryske Akademy yn petear te gean om te hifkjen oft der yndie in breder ferlet bestiet fan "in grien boekje foar it Frysk"'. Deputearre Steaten hawwe dêrby ek oanjûn dat it foar de hân leit dat oangeande it gearstallen fan dat Grien Boekje 'de Fryske Akademy dêrfoar de oanwiisde ynstânsje is, sjoen it gegeven dat de leksikografen fan de Akademy de wurdboeken foar de Fryske taal skriuwe en by it fêststellen fan de stavering yn it ferline in wichtige rol spile hawwe.'

Der hat gjin draachflakûndersyk plakfûn, wol is it advys fan de FA hifke troch eksterne saak- kundigen foar't it foarlein is oan Provinsjale Steaten. Om de oerwagings en arguminten fan foar- en tsjinstanners sa goed mooglik ta har rjocht komme te litten, fine op dit stuit de stave- ringsoerlizzen plak. Sjoen it feit dat it Grien Boekje frijbliuwend is, gjin ferplichtsjend of foarskriuwend karakter hat en bedoeld is as helpmiddel, fine wy 'in grut draachflakûndersyk dan ek net fanneden. Sjoch ek it antwurd dat wy by fraach 2.1b jûn hawwe. Wy kinne de yndruk as soe der yn it ûnderwiis in soad wjerstân libje tsjin de foarnommen staveringswiziging net befestigje. Wy hearre ek oare lûden út it fjild.

Bêste Anne en Harmen,

Ik ha krekt jim stikken trochlêzen. Oan 'e iene kant bin ik wiis mei jim lange antwurden. Wy binne it net oer alle boegen iens, mar just de punten dêr't wy fan miening oer ferskille, wurde sa al dúdliker. Dat makket in ynhâldlike diskusje sinfoller en makliker. Oan 'e oare kant mis ik noch antwurden op in pear belangrike fragen. Ik stel se hjirûnder mei taljochting nochris en skriuw út en troch in opmerking dertusken. Fansels kin ik jim op gjin inkelde manier ta in antwurd ferplichtsje, mar ik soe de taljochting wol wurdearje en nei myn idee is er foar in ynhâldlike diskusje ek noadich.

FRAACH: hokker staveringsregels dy't net yn besteande offisjele regelingen stean brûkt de FA yn de Standertwurdlist?
TALJOCHTING:
By fraach 1.3 wie it my net ûndúdlik oft eardere staveringsregelingen har wjerslach hâlde yn de skriuwwize fan Fryske wurden. It gong my derom oft de Akademy yn de Standertwurdlist ek staveringsprinsipes hantearret dy't noch net fêstlizze of bekendmakke binne. By it behanneljen fan drege gefallen ('folwoeksen') wurdt bygelyks in lykfoarmichheidsregel yntrodusearre dy't net yn de besteande regelingen foarkomt, mar dy't de Akademy wol tapast yn de Standertwurdlist. Fan sokke regels wol ik graach in oersjoch hawwe.

FRAACH: hat de provinsje de FA de opdracht jûn om de Standertwurdlist in normearjend karakter te jaan (yn de sin fan 'romte/rûmte')?
TALJOCHTING:
Noch de provinsje, noch de FA jout oan oft de opdracht jûn is om in list te meitsjen mei in normearjend karakter (yn de sin fan 'romte/rûmte'). De FA beantwurdet fraach 2.2 en 2.3 net en de provinsje ferwiist yn syn antwurd nei "oanhâldende ûnwissens oer de taalnoarm", sûnder oan te jaan wat dêrmei gebeure moat. Fierders seit de provinsje dat it Griene Boekje foar it Frysk "itselde 'noarmative karakter' as it Nederlânske Groene Boekje" ha moat. Ik ha no just sjen litten dat it Nederlânske Groene Boekje yn leksikale sin ('woei'/'waaide') hielendal gjin normatyf karakter hat. De provinsje seit fierder: "[de provinsje] hat net de opdracht jûn om alle dialektfarianten op te nimmen yn it Griene Boekje". Dat leau ik wol, mar de fraach is: de tige gerichte dialektseleksje dy't de Akademy no tapast, folget dy út in opdracht fan de provinsje. En sa ja, wêr stiet dy opdracht dan? As it antwurd op 'e nij in ferwizing is nei it Nederlânske Groene Boekje, wêr stiet dan neffens jim eksakt yn dat Groene Boekje dat it yn leksikale ('waaide/woei, romte/rûmte') sin in normearjend karakter hawwe soe?

Trouwens, noch efkes foar de helderheid: it Nederlânske Groene Boekje is net foarskreaun oan oerheid en ûnderwiis. Sa'n ferplichting foar de Fryske Standertwurdlist hie noait út analogy mei dat Groene Boekje folgje kinnen.

FRAACH:
Ferfalle oan de ein fan it rinnende beslútfoarmingsproses de regels foar de skriuwwize fan frjemde wurden dy't yn 1982 fan krêft wurden binne?
TALJOCHTING:
It antwurd fan de provinsje is my hjir net helder. It giet my der net om oft de regels aanst troch PS of DS fêststeld wurde. De provinsjes skriuwt: "Yn de definitive feroardering dy't PS fêststelle sil by de finale beslútfoarming, wurde ek de staveringsregels foar frjemde wurden opnommen en dêrmei ferfalt de separate regeling út 1982." Wat komt der no aanst yn it PS-staveringsbeslút te stean oer frjemde wurden: wurde dy tenei skreaun neffens de regels fan 1982, neffens de nije regels fan de FA of noch wer oars? En wêr stiet dat?

Fersyk oan de FA: helje dat ferhaal oer Dykstra syn staveringsboekje leaver út jim reaksje. Wat Dykstra seit, jildt allinne binnen ien wurdlid. As jim folhâlde dat der yn in 'koereur', 'roeie' en 'foerazjearje' in twilûd /u@/ sit, moat ik dêr wol gebrûk fan meitsje yn myn reaksje. Dan steane jim publyk foar skut en dêr haw ik gjin belang by.

FRAACH:
Kinne jim oannimlik meitsje dat de nije regel foar û/oe minder wurdbylden feroaret as it hanthavenjen

fan de besteande regels?
TALJOCHTING:
De FA hat fraach 5.1 net beantwurde en de provinsje beropt him op de sifers fan de FA.

Opmerking by fraach 5.4: it giet my derom om nei te gean oft de nije regels sa helder binne dat elk by de neamde wurden ta deselde skriuwwize komt. Sjoen de ferskillende redenaasjes fan my, fan de FA-minsken en fan oaren dy't ik frege ha, liket dat net sa. Tsjin de konklúzje "Al Wolf syn ûndúdlikheden jouwe lykas oantoand is gjin problemen." fan de FA meitsje ik beswier. Ien ynterpretaasje toant net oan dat der gjin probleem is. Ik sil dêr letter noch wiidweidiger op reagearje.

FRAACH:
Is der ergens - wêr dan ek mar - in didaktyske ûnderbouwing fan it foardiel fan de staveringswiziging?
TALJOCHTING:
De FA ferwiist geregeld nei de didaktyske foardielen fan in wiziging, mar seit by de beantwurding fan fraach 8.1 dat er him net yn in debat oer de didaktyske foar- en neidielen fan in staveringswiziging jaan kin en wol. Dêrom wol ik graach witte oft de FA no wol of net claimt dat de wiziging didaktyske foardielen hat, en sa ja: hoe't dat oannimlik makke wurde kin. De didaktyske konsekwinsjes lykje my te wichtich om te skouderjen.

FRAACH:
Witte wy oft der draachflak foar de staveringswiziging ûnder de Fryskskriuwende mienskip bestiet?
TALJOCHTING:
De provinsje ferwiist yn syn antwurd op fraach 9.1 nei it staveringsoerlis. As tsjinstanners ha wy by it dielnimmen oan dat oerlis dúdlik sein dat wy gjin mandaat hawwe. It oerlis kin wat ús oanbelanget op gjin inkelde manier in yndruk jaan fan in wol of net besteand draachflak foar de wiziging. Dat draachflak wie in betingst fan de provinsje oan de FA yn de opdracht. Myn yndruk is dat de FA in frij beheind publyk fan spesjalisten hifke hat, mar wa't allegear frege binne en wat se sein hawwe, dat wurdt net helder út de antwurden. Fierders: de provinsje seit dat foar it Griene Boekje gjin draachflakûndersyk nedich is. De staveringsregels binne lykwols - de jure of de facto - al ferplichte foar de hiele Fryskskriuwende mienskip en foaral foar amtners en ûnderwiis. De redenaasje dy't foar dialektseleksje jildt, jildt net foar de stavering.

Lykas sein: wy ha in list fan 104 tsjinstanners, mar miskien binne der mear foarstanners, wy witte it net. Dêrom graach heel krekt: wa binne frege, wat ha se sein en yn hoefier binne se represintatyf foar de Fryskskriuwende mienskip?

Trouwens ekskús foar de sloarderichheden yn myn fragestik. Jim ha folslein terjochte wiisd op typflaters, nuvere nûmeringen, ferkearde datums en oare saken dy't net doogden. It stik wie nachtwurk en dat wie te sjen. Hooplik hat it jim net tefolle drokte opsmiten. Dit stik is ek wer nachtwurk, dat ik hoopje dat it wat kreazer foar de hearen komt.

Mei freonlike groetnis,
Henk

FRYSKE STAVERINGSREBOELJE

"Op 'e telefyzje spûke it 19e-iuwske spûk by de bûkebeam." Dy nuvere sin, op it each fol staveringsflaters, ferskynde op 25 april 2013 op 'e Frysktalige nijswebsite Itnijs.nl. Hy tsjinne dêr as yllustraasje fan in artikel oer in rige staveringswizigingen dêr't Provinsjale Steaten fan Fryslân in dei tefoaren ja tsjin sein hienen. Efkes letter folgen de oare Fryske media en baarnde der op 'e Fryske skriuwerswebsites en -blogs in fûle diskusje los oer nut en needsaak fan it beslút. Ik wie ien fan 'e dielnimmers fan 'e earste oere en wie doe lykas no net botte wiis mei de wiziging.

De wiziging wie net in idee fan Provinsjale Steaten sels. Fjouwer wurdboekskriuwers fan de Fryske Akademy stienen oan 'e widze derfan. Anne Dykstra, Frits van der Kuip, Hindrik Sijens en Pieter Duijff wienen nammentlik yn opdracht fan de provinsje út ein set mei in nije wurdlist dy't hearre soe by in nije staveringshifker, dy't by de moderne tekstferwurkers te brûken wie. Se kamen der al fluch achter dat de ynboargere skriuwwize fan in steal wurden net oerienkaam mei de offisjele staveringsregels, dy't fêstlein is yn regelingen dy't datearje fan 1879, 1945, 1976 en 1982. Gjin minsk, sels de wurdboekmakkers net, hie dy regelingen de lêste desennia wiidweidich besjoen, elk gong út fan de wat ferienfâldige skriuwregels dy't yn it ûnderwiis yn gebrûk wienen en fan ynboargere wurdfoarmen. De fjouwer Akademymannen woenen net dat de nije wurdlist tefolle wurdfoarmen befetsje soe dy't wol offisjeel wienen mar ôfwykten fan de wenstige skriuwwize. Dêrom stelden se de provinsje foar om de offisjele stavering in bytsje oan te passen en dy sa tichter by de besteande staveringspraktyk te bringen. De Steaten gongen dêr op 24 april 2013 mei akkoart.

Dêr kaam dalje op. No is dat altiten sa as in oerheid in staveringssysteem feroaret. Oer de staveringswiziging fan it Nederlânsk yn 1995 (mei syn "pannenkoek") wurdt no noch praat. De Dútske wiziging fan 1996 (mei "dass" ynstee fan "daß") waard sels jierrenlang boykot. In beskate konservative estetyk giet dêr grif mei mank. Wizigingen hawwe ek praktyske neidielen. Se meitsje dat besteande teksten ynienen âlderwetsk wurde, dat wurdboeken net mear sa goed te brûken binne, dat minsken dingen nij oanleare moatte ensfh. Mar it soe kinne dat der foardielen binne dy't opwage tsjin dy neidielen. De tsjinstanners binne dêr net fan oertsjûge.

Oer de praktyske ynfloed fan de wizigingen ferskilden de Fryske Akademy en de tsjinstanners fan miening. Anne Dykstra sei op 28 april foar de radio: "It is in kwestje fan wennen. At wy no it wurk fan Gysbert Japiks sjogge, dan sjogge wy dêr ek heel raar tsjin oan, mar at je der even yn trochlêze, dan tinke je: - o, dit is syn systeem - en dan snappe je dat wol." Neffens Dykstra feroaren der boppedat net safolle wurden. Neffens de tsjinstanners is dy ynfloed just aardich grut. Relatyf frekwinte wurden lykas 'ieu', 'koese', 'ynvalide' en 'televyzje' soenen tenei oars skreaun wurde. Frysklêzers soenen tenei mei in grut korpus oan teksten yn in ferâldere stavering sitte, dat by harren in ferkeard wurdbyld opbout, wylst der mar stadichoan teksten yn de nije offisjele stavering by komme.

Boppedat, sa beargumintearre ik, is it lang net altyd dúdlik hoe't wurden neffens de nije regels skreaun wurde soenen. Neffens de nije regels wurdt de klank /u/ tenei skreaun as 'oe' as "it dúdlik oerienkomstige Nederlânske wurd" dy letterkombinaasje ek hat. Oars is

de skriuwwize 'û'. Mar wat is it dúdlik oerienkomstige wurd by 'boesgroen'? 'Overhemd'? 'Boezeroen'? Komme 'doe' en 'toen' dúdlik oerien?

Neffens de foarstanners fan de wiziging makket dy it Fryske skriuwsysteem ienfâldiger. Oft dat sa is, kin men op grûn fan it boppesteande betwivelje, mar sels as it wier wêze soe, is noch de fraach oft de skriuwende mienskip dêr wat mei opsjit. Taledosinten hawwe manmachtich de ûnderfining dat de measte learders it staverjen net leare oan 'e hân fan regels, mar op basis fan wurdbyld. Just de skriuwwizen dêr't je by redenearje moatte - saken as d/t-stavering fan tiidwurden en it ferskil tusken "jullie praaten"/"jullie praten" - blike tige dreech te wêzen, wylst learders mei ûnberedenearbere saken as de kar tusken au/ou of ei/ij meastal gjin muoite hawwe.

No prate wy al sânhûndert wurden lang oer stavering, mar eins wie stavering de tsjinstanners net iensen it measte yn 'e wei. De wurdlist fan de Fryske Akademy soe nammentlik noch wat yngripenders dwaan: bepaalde foarmen ôfwize. Sa soenen oerheid en ûnderwiis mar ien fan de foarmen 'bûge'/'bûgje' of 'romte'/'rûmte' sanksjonearje. Dat foarstel late by de tsjinstanners al ta de slogan 'rûmte foar "romte"" en de tsjinstanners wienen poer tsjin op it ferbaljen fan frekwinte dialektfoarmen. Foar- en tsjinstanners wienen lykwols tige ferwûndere doe't de provinsje by in diskusjejûn op 28 juny 2013 dúdlik sei dat de provinsje noch it rjocht, noch de yntinsje hie om sa'n ferbod troch te fieren. Dat makke dat de diskusje tenei beheind is ta in pear konkrete staveringsfoarstellen. Under lieding fan taalkundige Henk Bloemhoff besykje in tal foar- en tsjinstanners de kommende tiid om in kompromisfoarstel te berikken dat se mei-inoar oan de provinsje dwaan kinne.

Taalweb yn oanpaste stavering

Foto: Omrop Fryslân

7 oktober, 2014 - 16:24 - Op it Provinsjehûs yn Ljouwert is tiisdei in demo presintearre fan it Taalweb Frysk. De webside is makke troch de Fryske Akademy. Hy giet út fan in oanpaste stavering. It taalweb bestiet út in Fryske wurdlist, in staveringshifker en in oersetprogramma.

Deputearre Steaten is wiis mei it nije Taalweb yn oanpaste stavering. It giet om mar in pear lytse oanpassings, seit deputearre Jannewietske de Vries. Provinsjale steaten moatte noch wol grien ljocht jaan foar de wurdlist en Taalweb. Se sille dêr nei alle gedachten yn desimber oer gear.

It Taalweb komt pas on-line as Provinsjale Steaten grien ljocht jûn hawwe. It Taalweb is neffens deputearre De Vries fan grut belang as helpmiddel foar it ûnderwiis.

Ferline jier wie der frijwat krityk op it foarstel om de Fryske stavering oan te passen. Nei oanlieding dêrfan hawwe der ek diskusjes west tusken wurdboekmakkers fan de Fryske Akademy en guon fan de kritisy. Dat hat lykwols net laat ta in oanpast staveringsfoarstel. Neffens âld-wurdboekmakker Anne Dykstra bliuwt der yn it Frysk lykwols alle romte foar taalferskaat en fariaasje. Yn de Fryske wurdlist steane de foarkarsfarianten yn de foarkarsstavering, minsken en skriuwers binne fierder frij om dy wol as net te brûken.

Harkje

00:00 00:00

Wurdboekmakker Piter Duijff fan de Fryske Akademy

© FrieschDagblad

Fryske spellingchecker is eind van dit jaar online

Leeuwarden - De Fryske Akademy komt in december met een nieuw taalportaal. Deze voorziet in een woordzoeker, spellingchecker en vertaalfunctie. Het webportaal moet het schrijven in het Fries gemakkelijker maken. Het maakt gebruik van 'voorkeursvarianten' van woorden, maar bij het vertalen kunnen mensen ook kiezen voor hollandismen of het 'njonkenwurd'. Ook is er een uitleg over de taalregels.

Bij het webportaal wordt gebruik gemaakt van de nieuwe, fel bekritiseerde standaardlijst. ,,It is in beheinde oanpassing fan de stavering", aldus, de inmiddels gepensioneerde, Anne Dykstra van de Akademy. Volgens Douwe Kootstra van Cedin heeft de nieuwe, consequente lijst een groot voordeel. ,,No binne in soad juffen ûnwis oer de goede stavering. No is yn ien kear dúdlik hoe't in wurd skreaun wurde moat."

Met het portaal wordt ook weer eens duidelijk hoe groot de noodzaak voor een nieuw handwoordenboek is. Het huidige stamt uit 1985 en is in taalopzicht ,,antyk". Voor moderne woorden zijn nog geen goede vertalingen.

Vertel een vriend | Reageer op dit artikel | Aantal reacties 0

Reacties:

It Nijs
Wrâldwiid nijs yn it Frysk

Startside | Wrâldnijs | Nederlânsk nijs | Frysk nijs | Taal | Opiny

Algemien | Ekonomy | Ferdivedaasje | It petear | Kultuer | Literatuer | Natoer | Opiny | P

Provinsje wol nije stavering trochsette

WOANSDEI 8 OKTOBER 2014

LJOUWERT – Op it Provinsjehûs yn Ljouwert is juster it Taalweb presintearre, in nij stik software dat derfoar ornearre is om makliker Frysk te skriuwen. It Taalweb is ûntwikkele troch de Fryske Akademy en befettet ûnder oaren in staveringshifker en in oersetprogramma.

By dy presintaasje makke deputearre Jannewietske de Vries buorkundich dat it provinsjebestjoer akkoart giet mei de foarstellen dy't de Fryske Akademy dien hat om de stavering fan it Frysk te feroarjen. Sa wurde *tillevyzje* en *droech* tenei skreaun as *tillefyzje en drûch*. Fierders komt der in standertlist fan wurden dy't de Akademy as goed Frysk beskôget. Wâldfryske wurden lykas *rûmte* en *wite* steane dêr net yn. De krekte ynhâld fan de de wurdlist bliuwt ynearsten geheim, omdat Provinsjale Steaten der earst mei ynstimme moatte. Hja komme der yn desimber oer gear.

Der wie ferline jier in soad krityk op de plannen fan skriuwers, wittenskippers en ûnderwizers. Nei oanlieding dêrfan hat de provinsje in kommisje ynsteld ûnder lieding fan taalkundige Henk Bloemhoff om de foardielen en neidielen fan de plannen yn kaart te bringen. De befinings fan dy kommisje hawwe lykwols net laat ta oanpassing fan de plannen.

2 reaksjes op "Provinsje wol nije stavering trochsette"

Erwin2.0
8 oktober 2014
19:37

It protest liket my terjocht as der net goed oer neitocht wêze soe. Mar is der no dan echt net goed oer neitocht. En wurde no safolle wurden oars skreaun? Nei myn idee is dy kar foar 'tillefyzje' net oars as logysk. Mei de û/oe skynt it wat lestiger te wêzen.

Sybren
8 oktober 2014
20:19

Taal is in kode, makket net ut hoe as je it skriuwe. Mar je moatte der net tefolle mei grieme.
Der moat wol fluch in stavringshifker komme foar myn IPad!

Douwe Kootstra oer de Fryske stavering

TONGERSDEI 9 OKTOBER 2014

Troch Henk Wolf

Der wurdt yn Fryslân al goed oardel jier diskusjearre oer twa saken dy't mei-inoar te krijen hawwe: it wizigjen fan de besteande offisjele stavering en it ynfieren fan in standertwurdlist of foarkarslist. It is betiizgjende matearje, sa't ek bliken docht út it fraachpetear dat Omrop Fryslân juster hold mei Douwe Kootstra.

Ik ha earder oan de diskusje dielnaam en wol foar in goed begryp in pear korreksjes oanbringe op Douwe syn ferhaal.

As ynlieding moat ik beide kwestjes efkes útlizze:

Kwestje 1: de staveringswiziging De Fryske Akademy hat ûntdutsen dat wy ús net altyd hâlde oan de offisjele staveringsregels, sa't Provinsjale Steaten dy fêststeld hawwe. In ynboargere wurd lykas *poes* soe neffens de offisjele regels as *pûs* skreaun wurde moatte. Neffens de offisjele regels dogge sels de wurdboeken dat ferkeard. Om de praktyk en de offisjele regels wer lyk te krijen stelt de Fryske Akademy foar om de offisjele regels te wizigjen. De wiziging hâldt net yn dat de skriuwwize yn de wurdboeken no offisjeel wurdt. *Poes* wurdt aanst offisjeel, mar *droech* sil mei de nije regels *drûch* wurde.

Kwestje 2: de foarkarslist De Fryske Akademy hat noch in oar útstel dien en dat giet net oer de skriuwwize fan wurden, mar oer hokker wurden oft wol en net yn de skriuwtaal thús hearre. As de Fryske dialekten ferskillende foarmen hawwe, bygelyks *romte* en *rûmte*, dan kieze se dêr ien fan en sette dy yn in foarkarslist. De oare foarm wurdt dan as minder goed Frysk beskôge. Oer it algemien kiest de Akademy foar it wurd dat it faakst foarkomt. Dat wol net sizze dat de alternativen altyd ûngebrûklik binne yn de besteande skriuwtaal.

It gefal droech/drûch

Douwe seit foar Omrop Fryslân oer de wiziging fan de stavering fan *droech* nei *drûch*: "Dat is ek logysk, ja, want it wie ek *rûch* mei in û."

En efkes letter: "At se rûch en drûch beide mei û skriuwe en net op in ferskillende manier, dan ha se der allinne mar foardiel fan. Sa simpel is it."

Sjoernalist: "Want dat mei no beide?" Douwe: "Dat mei beide. It is in foarkarslist."

Douwe syn útlis is net korrekt: dat de Akademy *drûch* skriuwe wol ynstee fan *droech*, hat neat mei *rûch* út te stean. Dat dy twa wurden aanst geliker wurde, is tafal. Yn it nije systeem

bliuwt *kroech* mei in oe. It ferskil tusken *kroech* en *drûch* is just grutter as yn it besteande systeem. Wat de Akademy wol wol, is de skriuwwize fan de Nederlânske oersetting liedend meitsje foar de Fryske skriuwwize. It Nederlânske *kroeg* hat oe, dus krijt it Fryske *kroech* dat ek, wylst it Nederlânske *ruig* en *droog* sûnder oe skreaun wurde en meitsje dat wy yn de Fryske oersettingen û skriuwe.

It is ek net korrekt dat beide skriuwwizen aanst tastien binne. Wis, de skriuwer dy't fan de offisjele regels ôfwykt, ferdwynt net achter traaljes, mar it bern dat de nije regels net folget, krijt wol in ûnfoldwaande, de skriuwer dy't se net folget, krijt syn boek net útjûn, de amtner dy't se net folget, krijt mei de reade pinne te meitsjen, de ûnderwizer dy't krekt op kursus west hat, kin op neiskoalling. Yn de praktyk is in offisjele stavering wis wol in ferplichting foar in soad minsken, dat is mei de besteande stavering ek sa.

Douwe behellet yn syn ferhaal de foarkarslist, mar dy hat hjir neat mei út te stean. De foarkarslist sprekt gjin foarkar út foar in bepaalde skriuwwize, op syn heechst yllustrearret er de offisjele regels. De funksje fan dy list is it kiezen fan ien dialektfoarm as der ferskillende mooglikheden binne. No sizze alle Friezen *droech*, dat der falt hjir neat te kiezen.

Iepenbierheid fan de staveringsregels

De sjoernalist freget oan Douwe: "Mar alles wat yn it Nederlânsk mei oe is of wat earder yn it Frysk ek oe is, dat wurdt no in û?"

Douwe antwurdet: "Dat wit ik net, want ik ha de offisjele foarkarslist noch net sjoen, want offisjeel moat Provinsjale Steaten dêr earst noch harren goedkarring oan jaan. Mids desimber. En dan pas komt de list yn de iepenbierheid."

Yndie is dy list net iepenbier, wy witte dêrom ek noch net oft de Akademy kiest foar *flagge* of foar *flage*, foar *elk* of *elts*, foar *krommel* of *krûmel*. Mar wy witte wol hokker skriuwregel oft de Akademy ynfiere wol foar oe en û. Dêr ha wy de foarkarslist net by nedich. Dy regel is nammentlik yn jannewaris 2013 al iepenbier makke, mei de oare útstelde nije regels. Deputearre Steaten hawwe earjuster meidield dat sy wolle dat dy regel de offisjele wurdt. En dy regel is in heel oare as deselde dy't de sjoernalist hjirboppe formulearret.

De krityk fan de tsjinstanners

Net elkenien is it iens mei de plannen fan de Fryske Akademy. Ik hear sels ek by de tsjinstanners. Dat jildt op beide mêden: ik fyn de staveringswiziging gjin goed plan en ik fyn de foarkarslist in noch minder goed plan. De arguminten wol ik hjir net herhelje, mar ik wol net dat de yndruk ûntstiet dat ik hear by in groep dy't him op in emosjonele basis ferset tsjin dy plannen.

As de sjoernalist Douwe freget om wat te sizzen oer de tsjinstanners, dan is syn reaksje: "Ja, in hele lytse groep wittenskippers."

Sjoernalist: "Wêrom?" Douwe: "Ja, dy binne fansels hecht oan in bepaald systeem. It waard op it lêst ek in hele akademyske diskusje op in heech nivo, net mear foar gewoane minsken te folgjen. … It giet der fansels om dat jo de brûkers gerive: de minsken dy't it skriuwe wolle en dy't it leare moatte, de kursisten, de oersetters en net te ferjitten de minsken yn it ûnderwiis. Dêr giet it om."

Oft wy in hele lytse groep binne, wit ik net. Net ien hat it tal foar- en tsjinstanners teld. Wol ha wy mei in groep fan 104 minsken út it ûnderwiis, út de wittenskip en út de literêre wrâld oan

Provinsjale Steaten frege om net mei te gean yn de plannen fan de Fryske Akademy, just omdat wy op basis fan ús kennis fan didaktyk bang binne dat skriuwers, kursisten, learlingen lêst hawwe sille fan in stavering dy't ôfwykt fan dy yn de besteande boeken, en fan in noarm dy't har eigen dialektwurden bûtenslút. Wy hawwe de ôfrûne oardel jier taalkundige, didaktyske, sosjologyske en oare redenen neamd om de plannen net út te fieren.

It didaktysk beswier

Douwe seit oan it begjin fan it fraachpetear: "As jo straks dy foarkarslist sjogge, dan is it dúdlik: it is benammen foar it ûnderwiis dan wat makliker, wat konsekwinter om de bern it Frysk te learen."

Dat is noch mar de fraach. In wiziging fan de stavering is foar learders dy't noch leare yn de perioade dat de measte boeken yn de âlde stavering binne in stroffelstien. Wy hawwe mei ferwizingen nei fakliteratuer sjen litten dat it konsekwinter meitsjen fan de regels mar in beheind foardiel foar learders hat, dat fuortfalt tsjin de folle gruttere foardielen fan behâld fan wurdbyld. De provinsje en de Fryske Akademy hawwe by myn witten net sjen litten dat har plannen didaktyske foardielen ha. Boppedat freegje wy ús as tsjinstanners ôf, en dat ha wy ek yllustrearre, oft de nije regels wol safolle konsekwinter binne as de besteande.

Wat Douwe, de Fryske Akademy en de provinsje net besprekke, is dat alle besteande Fryskskriuwers ek lêst ha fan in staveringswiziging. Sy drage de skriuwtaal en wurde no twongen om in systeem dat automatisearre is ôf te learen en in nij systeem te learen. Dat sil net elk samar slagje en foar guon is it tige demotivearjend.

De tiid

Douwe relativearret yn it fraachpetear de ynfloed dy't de staveringswiziging ha sil op 'e mienskip. Hy seit: "Uteinlik witte oer tsien, twintich jier de brûkers, net ien mear fan dit momint. Dat is ús twintich jier lyn by de foarige feroaring ek sa gongen. [...] In stoarm yn in glês wetter."

No is de foarige staveringswiziging fan 1980. Dat is mar leafst 34 jier lyn. En ik fernim yn de praktyk dat guon learders der noch altyd lêst fan ha. Studinten ha boeken fan heit of mem út 'e kast helle yn 'e âlde stavering en skriuwe as se begjinne mei learen *hwat*, *fortelle*, *ik siz* en mear âlde foarmen dy't al lang net mear goed rekkene wurde.

Salang't de mearderheid fan de boeken yn de besteande stavering is, en dat sil noch jierren duorje, as it gjin tsientallen jierren is, sille learders lêst hâlde fan in wurdbyld dat ôfwykt fan wat se leare. De produksje fan teksten yn it Frysk is lyts en bibleteken en boekhannels sille pas op frij lange termyn in mearderheid oan teksten yn de nije stavering ha. Dat bliuwt in grut probleem foar begjinnende learders.

It ynterview mei Douwe Kootstra is werom te sjen op http://omropfryslanvod.download.kpnstreaming.nl/video/2013/HQ/BYNT_2014-10-07.mp4

In grut part fan de artikels dy't skreaun binne oer de kwestje haw ik garre en yn ien bestân ûnderbrocht. It is te finen op http://www.henkwolf.nl/wp-content/uploads/2013/06/staveringswiziging_argyf.pdf

20 reaksjes op “Douwe Kootstra oer de Fryske stavering”

jurjen
9 oktober 2014
11:01

Ik tink dat it wol wichtich is dat de offisjele regels ek oerienkomme mei de praktyk. As de Akademy in wei fûn hat om de praktyk sa min mooglik oan te passen, mar tenei wol goed te ûnderbouwen, dan sjoch ik dat allinnich mar as winst.

Henk Wolf
9 oktober 2014
11:20

Dat bin ik mei dy iens, Jurjen, mar it is net dúdlik oft de nije regels better mei de praktyk oerienkomme as de âlde. Dat dat net dúdlik is en ek net dúdlik makke wurdt, is ien fan de kritykpunten fan de tsjinstanners. Wy ha betiid yn 'e diskusje al ris sein: meitsje dan de ynboargere foarmen de offisjele, sa't dat foar it Nederlânsk ek dien is, dan hast it probleem ek oplost.

In probleem mei de nije regels is dat se op ferskillende manieren te ynterpretearjen binne. De skriuwwize fan de klank /u/ wurdt bepaald troch de skriuwwize fan de Nederlânske oersetting. Doe't ik frege hoe't 'boesgroen' dan tenei skreaun wurde moat, as 'boesgroen' fanwegen 'boezeroen' of as 'bûsgroen' fanwegen 'overhemd', sei ien fan 'e behanneljende amtners: "As 'bûsgroen', fansels. Do witst dat der in wurd 'boezeroen' bestiet, mar de measte minsken ha dêr noch noait fan heard." En wat seit de FA? Dat it 'boesgroen' mei oe bliuwe moat. En sa binne der tsientallen wurden dêr't it simpelwei net dúdlik fan is hoe't se skreaun wurde moatte, sels net foar de minsken dy't direkt by de útfiering behelle binne.

Sybrand
9 oktober 2014
13:05

De link nei it ynterview wurket net. Jim moatte de punt oan it ein fan de sin efkes fuorthelje.

redaksje
9 oktober 2014
13:13

It is oanpast. Tige tank!

Pieter Breuker
9 oktober 2014
17:43

It is opmerklik dat Kootstra fan Omrop Fryslân in poadium krigen hat om syn ferhaal te fertellen en ek dat er it poadium hawwe woe. Hy hat hielendal net meidien oan de diskusje oer standert en stavering en no smyt er him ynienen op as saakkundige. Dat is dus op in grutte mislearring útrûn, sa't Wolf hjirboppe sjen lit.

Pieter Breuker

Johannes
9 oktober 2014
18:17

It is mei taal altiten wat, je kinne it fergelikje mei iten, dat is eltse generaasje ek wer oars. De minsken prate sleau Frysk en kinst der tsjin yn gean, mar dat hawwe se net yn 'e gaten. Derom is it goed dat der om de safolle tiid nei sjen wurdt. Fansels feroaret it ien en oar. Earst wie ik der op tsjin dat der feroarings kamen. Doe fergelike ik it mei it Ingelsk wat yn de skriuw wize net feroaret, mar fansels wol by de praters. It is halden en kearen om it Frysk suver te litte weze. Alle dialekten fan it Frysk binne no akseptearre, sels it stedsfrysk is net ien mear op tsjin, mar ferdwynt dochs en wurd no hieltiten mear Nederlansk. De wrald wurdt in doarp en stadichoan begint in ientalige minsk harren te untjaan. Krekt sa de kleandrachten wei wurden binne en yn 't museum telane kommen binne, sil dat mei in soad talen ek barre. Allinich as de alde lytse lannen mear op harren sels komme te stean, mei harren eigen taal en bruken, dan soe it opkeare kinne wurde. Dat sil in lange striid weze en in soad tukelteammen opsmite, mei in protte argewaasje en lijen. Ik hoopje dat It Nijs dat allegearre by haldt en elkenien der fan oerstjuge wurd om mei te dwaan. Hoop docht libje. Taal is ek libje. Litte wy us altiten Frysk uterje, mei alles wat wie dogge en foaral skriuwe. Sa lang of koart dat ik libje bruk ik it Frysk yn Fryslan boppe it "Nederlansk".

Jaap
9 oktober 2014
19:06

Foarop ik ha der net echt ferstân fan mar ik tocht dat der wol ferskil sit tusken de oe of û yn boer en rûch. Soe dat net it kriteariumwêze moatte?

jurjen
10 oktober 2014
09:51

@Jaap. Neffens my binne der twa 'oe's, in dúdlike diftong (as yn koeke en boer) en in ekwivalint fan û, (as yn poes, boek). Eins soe sa'n werfoarming fierder gean moatte en dêr ek konsistinsje yn bringe. (Sa freget ek de brekking fan 'ea' -> beam beammen, mar: koer -> kuorren, om mear konsistinsje.) Allinnich miende ik dat der ek wurden binne dy't troch de skriuwwize û/oe ûnderskieden wurde, of net Henk?.

Henk Wolf
10 oktober 2014
12:26

Der binne yn it Frysk sels trije oe-achtige klanken:

1. Hast de klank yn boer/koel/hoed ensfh. Dy begjint as in gewoane oe en giet dan oer in uh-klankje. Sa'n klank neame wy in twaklank of twilûd of diftong. De skriuwwize dêrfan wie altyd al dúdlik en dat bliuwt sa: hy wurdt altyd skreaun as 'oe'.

2. Dan hast de koarte klank fan boek/lûke/hoepel ensfh. Dy komt oerien mei de oe-klank dy't yn it Hollânsk bestiet. Hy wurdt soms as û skreaun en soms as oe. De offisjele regel is datst oe skriuwst as it wurd yn de midsieuwen mei in lange /oo/ útsprutsen waard. Yn oare gefallen skriuwe jo 'û'. De praktyk is lykwols dat wurdboeken en skriuwers dat net witte en dat fan in stikmannich wurden foarmen ynboargere binne dy't de offisjele regel net folgje. 'Poes' is sa'n wurd.

3. As tredde hast de lange klank fan hûs/spoek/koeke. Dy klinkt as de klank by 2., mar wurdt langer oanholden. Der binne ek sprekkers fan it Frysk, foaral yn it suden fan Fryslân, dy't dy lange oe-klank net brûke. Sy sprekke hûs/spoek/koeke út mei de twaklank dy't by 1. beskreaun is. Mei dy sprekkers wurdt lykwols yn de besteande stavering en yn de foarstellen foar de nije stavering gjin rekken holden. De regel foar sokke wurden is deselde as foar de koarte oe/û by 2.: midsieuske /oo/, dan skriuwe wy 'oe', oars skriuwe wy 'û'.

As jo de stavering rigoereus feroarje wolle, soenen jo sizze kinne: wy skriuwe dy gewoane lange en koarte klank (1. en 2.) altyd as 'û' en de twaklank altyd as 'oe', om mar wat te neamen. Mar sa yngeand is de feroaring net. It idee is dat jo foar de lange en koarte gewoane û/oe (1. en 2.) tenei nei it Nederlânsk sjogge. Hat dat itselde wurd mei 'oe', dan krijt it Frysk wurd ek 'oe'. Oars wurdt it 'û'.

Dat hat twa problemen: de skriuwwize fan gewoane wurden lykas spoek/droech/útnoegje feroaret, en oer in protte wurden ûntstiet ûndúdlikheid. Sa it it mar de fraach nei hokker Nederlânsk wurd oft jo sjen moatte as jo 'boesgroen' skriuwe wolle. Moatte jo sjen nei 'boezeroen' en dan 'boesgroen' skriuwe of moatte jo sjen nei 'overhemd' en dan 'bûsgroen' skriuwe? Doe't ik dat oan ien fan 'e behanneljende amtners frege, sei dy: "No, moatst fansels sjen nei 'overhemd'. Do witst miskien dat der in wurd 'boezeroen' bestiet, mar de gewoane Fries hat dêr gjin idee fan.' Doch kieze de minsken fan de Fryske Akademy derfoar om yn dit gefal wol nei 'boezeroen' te sjen en 'boesgroen' te skriuwen. Sokke wurden kinne wy aanst dus net mear op gefoel goeddwaan, mei redenearjen komme wy der ek net út, troch in soad te lêzen dogge wy se net mear automatysk op. Wy sille se út 'e holle leare moatte.

Jaap
10 oktober 2014
17:02

Tankewol Henk, mar dan wurd ik der noch mear yn befêstige dat better de twaklank mei oe en de koarte en lange klank mei û skreaun wurde kin. Dat ferlykjen mei it Hollânsk jout allinne mar betizing. Oe foar de twaklank is foar de learder makliker as dat ferlykjen mei it Hollânsk.

Henk Wolf
10 oktober 2014
17:59

Jaap: foar sa'n rigoereuze oanpassing is wol wat te sizzen, mar dat is net it besteande plan. En as der amper boeken/websites ensfh. yn it Fryske wêze soenen, soe ik flak foar it systeem wêze datsto foarstelst. Allinne is der al safolle yn de besteande stavering dat learders yn de war bringt. Undersyk lit sjen dat learders har mar efkes fêsthâlde oan regels en dan fertrouwe op it wurdbyld dat se opbouwe troch te lêzen.

En hast noch de minsken dy't al lang Frysk skriuwe kinne. Dy folgje al lang gjin regels mear, mar hawwe in systeem yn 'e holle. Dat moatte se mei in nije offisjele skriuwwize wer ôfleare. En de fraach is oft se dat kinne en wolle. Sa ja, dan sille in soad minsken op byles moatte, sa nee. Sa nee, dan krije wy yn de praktyk twa staveringen. En as minsken helendal ôfheakje en gjin Frysk mear skriuwe, dan hat alle tiid dy't wy as pabo's, as Afûk, as basisûnderwiis, as fuortset ûnderwiis stutsen ha yn it oanlearen fan de Fryske stavering om 'e nocht west.

Jaap
10 oktober 2014
17:02

Tankewol Henk, mar dan wurd ik der noch mear yn befêstige dat better de twaklank mei oe en de koarte en lange klank mei û skreaun wurde kin. Dat ferlykjen mei it Hollânsk jout allinne mar betizing. Oe foar de twaklank is foar de learder makliker as dat ferlykjen mei it Hollânsk.

Henk Wolf
10 oktober 2014
17:59

Jaap: foar sa'n rigoereuze oanpassing is wol wat te sizzen, mar dat is net it besteande plan. En as der amper boeken/websites ensfh. yn it Fryske wêze soenen, soe ik flak foar it systeem wêze datsto foarstelst. Allinne is der al safolle yn de besteande stavering dat learders yn de war bringt. Undersyk lit sjen dat learders har mar efkes fêsthâlde oan regels en dan fertrouwe op it wurdbyld dat se opbouwe troch te lêzen.

En hast noch de minsken dy't al lang Frysk skriuwe kinne. Dy folgje al lang gjin regels mear, mar hawwe in systeem yn 'e holle. Dat moatte se mei in nije offisjele skriuwwize wer ôfleare. En de fraach is oft se dat kinne en wolle. Sa ja, dan sille in soad minsken op byles moatte, sa nee. Sa nee, dan krije wy yn de praktyk twa staveringen. En as minsken helendal ôfheakje en gjin Frysk mear skriuwe, dan hat alle tiid dy't wy as pabo's, as Afûk, as basisûnderwiis, as fuortset ûnderwiis stutsen ha yn it oanlearen fan de Fryske stavering om 'e nocht west.

Jaap
10 oktober 2014
21:00

Henk,
Wy ha op de Kweek ek in oare stavering leard yn de sechtiger jierren en moasten ús letter ek wer omskeakelje. Boppedat persoanlik wurket by my en in protte oaren it wurdbyld net. Dêr bin ik te analitysk foar ynsteld. Logika giet by my foar wurdbyld, mar miskien is dat myn gebrek. As der dan dochs wat feroare wurde moat dan kies ik de oanpak fan Riemersma/Feitsma silligers. Fan it wurd hjerre i.s.f. hearre wurdt it Frysk net minder Frysk. Leaver ien kear in fikse slach as om de 30 jier in lyts feroarinkje dat ek noch net botte logysk is.

Henk Wolf
10 oktober 2014
21:45

Ik oerlibje it sels ek wol, Jaap, mar it giet net allinne om ús. In grut part fan de minsken makket mear gebrûk fan wurdbyld as fan staveringsregels. Dat sjochst it dúdlikst yn de d/t-flaters: ik haw it ferteld/fertelt, hy ferteld/fertelt, hy hâld/hâldt. Dat minsken dêr sa'n soad flaters mei meitsje komt nei alle gedachten trochdat se by it skriuwen in wurdbyld út har ûnthâld opgrave ynstee fan regels tapasse. Dêr is ridlik wat oer skreaun. Dy minsken hawwe fan sa'n feroaring aanst wol lêst. Wy ha de ôfrûne jierren safolle ynvestearre yn de skriuwfeardigens yn Fryslân, mei provinsjaal jild. En dat hat fertuten dien. Wylst de behearskingssifers fan it Frysk op de oare feardichheden gelyk bliuwe, wurdt it oanpart minsken dy't Frysk skriuwe kinne heeltyd grutter, no al sa'n 30%. Dy minsken wolle wy net wer kwytreitsje.

Sybren
13 oktober 2014
04:43

De stavering moat hielendal net feroare wurde. Om minsken goed Frysk skriuwe te litten is yn earsten goed ûnderwiis nedich. Om de stavering hieltyd mar te feroarjen wurdt de betizing grutter. En benammen om it Nederlânsk liede te litten moat jin earst Nederlânsk leare om Frysk te learen. En hjirmei wurdt de ôfhinklikens fan it Nederlânsk en de earmoed fan ús taal ek hieltyd grutter. Lit it Frysk dan tenei mar in Nederlânsk dialekt neamd wurde.
Lit de stavering sa't it is, dochs in grien boekje foar it Frysk sa as it Nederlânsk ek hat, is tink ik wol goed.

Lútsen
13 oktober 2014
13:17

Wy moatte ek gjin apen en bearen op 'e dyk sjen dy't der net binne. Yn 1980 waard de hjoeddeiske stavering ynfierd en dat wie gâns yngripender as dy pear oanpassinkjes dy't no op til binne. Der waard doe in hiele protte stind en krimmenearre, mear noch as no. Dy foarrige stavering hearst gjinien mear oer. Lykwols is sûnt 1980 it tal Fryskskriuwers spektakulêr omheech gien. Dizze lytse feroaring sil dy ferwurvenheid net yn gefaar bringe, leau ik grif.

Ynkonsekwinte regeltapassing bin ik ek op tsjin. Mar, se hawwe it wol hyltyd oer 'poes' en 'droech', mar hoe sit it dan mei de regel fan oarspronklik Frânske wurden mei in oe-klank? Dy hearre neffens dy regel skreaun te wurden mei in u-breed (û). Se steane sels yn it wurdboek ferkeard. Foarbyld: koese, koeskoes, tatoeëarje, tatoeaazje, loep, akoestyk, wylst dy neffens de regel mei ubreed moatte soene: kûse, kûskûs, tatûearje, tatûaazje, lûp, akûstyk.
Dêrfoaroer steane de wurden dy't wol neffens dy regel skreaun wurde, sa as: bûzjy, bûlevaar, dûs ensfh. Ynkonsekwint dus, en dat moat yndied oanpast!

Sa net, de Akademy en de Provinsje soene tagelyk de lûdbrekkingswerjefte ek ûnder de lûp nimme moatte, want dy regel is ek ynkonsekwint. Mar hawar, dat is faaks wat te folle fan it goede.

Henk Wolf
13 oktober 2014
14:15

Lútsen: ik haw in skoftsje yn de kommisje-Bloemhoff sitten, dêr't de minsken fan de Fryske Akademy en oaren út it fjild oer de plannen prate koenen. Ik ha doe frege oft sokke Frânske wurden no aanst ek skreaun wurde neffens de regel 'Nederlânsk oe = Frysk oe' of dat de regel dy'tsto neamst jildich bliuwt. Dy fraach koenen se ta myn ferwûndering net beantwurdzje.

Yn 1980 wie it tal Fryskskriuwers tige lyts. De provinsje, it Ryk, de Afûk en de hegeskoallen ha de ôfrûne jierren in heel soad ynvestearre yn it ferheegjen fan it tal Fryskskriuwers en mei sukses: trijetalich ûnderwiis, bylessen foar ûnderwizers, kursussen foar amtners. Hast ien op 'e trije Friezen kin no (neffens eigen ynskatting) Frysk skriuwe. Ast no de stavering feroarest, sille al dy minsken – dy't it soms mei lijen leard ha – dat wat se no automatysk goed dogge wer ôfleare moatte en in nij systeem automatisearje. Dat is al dreech en it wurdt namste dreger trochdat der safolle skriftlik Frysk om ús hinne is yn de besteande, âlde stavering. Dat sil noch jierren sa bliuwe. Omdat de measte minsken skriuwe neffens wurdbyld en neffens regels, sil dat âlde wurdbyld noch jierren foar betizing soargje.

Ik sjoch dat no ek noch, alle jierren krij ik noch studinten dy't eleminten út de stavering fan foar 1980 brûke, om't heit en mem âlde boeken yn 'e kast ha. Dat wurdbyld ha se blykber ynternalisearre, ek al binne se sels sûnder útsûndering fier nei 1980 berne.

Lútsen
13 oktober 2014
14:31

Stjerrende wier, heite. Dêr hast echt gelyk oan. Mar wat ik derfan lês, hokker feroaringen der komme, dan falt it wat ta. Ik bin der net sa bang foar. 🙂

Henk Wolf
13 oktober 2014
14:50

Dat is mar de fraach, Lútsen. Wy witte net hoefolle wurden oft no net neffens de regels skreaun en hoefolle oft dat aanst wurde. IK ha yn de kommisje frege om in oersjoch, mar dat net krigen.

Wat wy ek net ferjitte moatte, is dat de nije regels net sa helder binne. As wy aanst neffens de nije regels tinke moatte, hoe skriuwe wy dan 'boesgroen' (sjoch yn ien fan 'e reaksjes hjirboppe), 'poeke', 'kûreur', 'woeksen', 'folwoeksen', 'koese', 'roeikje', 'bloeske' en noch in heel soad mear? Ik ha ferskillende minsken frege, ek minsken dy't behelle binne by it proses, en se komme op basis fan de foarstelde nije wetstekst mei ferskillende antwurden. Dat betsjut dat de nije regels multyynterpretabel binne en dat wy geregeld wurden opsykje moatte yn de nije wurdlist, om't wy se net mear op basis fan ús besteand wurdbyld sa skriuwe kinne

sa't se no yn de wurdboeken en yn oare wurdboeken steane.

Henk Wolf
13 oktober 2014
14:52

'IK' mei twa haadletters yn de foarige reaksje wie in fertyping, gjin besykjen om dat wurd klam te jaan of sokssawat. 😀

L'utsen
13 oktober 2014
18:38

Wy moatte no ek noch njonken it Holl^ansk rekken h^alde mei it Fr^ansk, foardat wy oan it eigentlike skriuwen takomme. D^erby hast dan ek noch it ferskynsel fan de staverings'utspraak. Mar hielendal staverje neffens 'utspraak is fansels ek gjin opsje. Ja ja, it hat syn 'utfallen. Wy wachtsje it wol ^of wat de wize hearen (en dames?) betinke foar 'us. Ideaal wurdt it nea. 😉

Spellingcheck in het Fries

zondag 12 okt 2014, 10:58 (Update: 12-10-14, 12:02)

Door redacteur Lambert Teuwissen

Het Fries krijgt een officiële spellingchecker. De Fryske Akademy presenteerde de plannen voor de 'staveringshifker' afgelopen week in Leeuwarden. De basis ervan wordt de officiële Woordenlijst Fries, die in december wordt gepubliceerd.

De Woordenlijst Fries lijkt op de Woordenlijst Nederlandse Taal, het Groene Boekje. "Dat bestond voor het Fries niet", zegt Pieter Duijff, een redacteur van het project. "Het was al heel lang de wens van de provincie, het onderwijs en schrijvers dat er een overzicht zou komen van hoe je de woorden moet schrijven. Op verzoek van Provinciale Staten hebben wij die ontwikkeld."

Duim, tomme, tûme

De nieuwe spellingchecker laat niet alleen zien of een woord juist is gespeld, zegt Duijff. "Wij willen meer, want het Fries heeft ook dialectische varianten die we graag wilden opnemen. Zo heeft het Fries voor duim, tomme, nog een variant: tûme. We willen graag dat de spellingchecker de schrijver niet de melding geeft 'tûme is helemaal verkeerd', maar 'tûme is prima, maar volgens de standaardregels is tomme de voorkeursvorm'."

Ook wil Duijff met de spellingchecker 'hollandismen' tegengaan, leenwoorden uit het Nederlands waar een prima Fries alternatief voor bestaat. "Heel veel Friezen zeggen pindakaas als ze dat bruine spul op hun brood smeren, maar er is ook een Fries woord voor: nútsjesmoar. Dat soort woorden gaan we in de spellingchecker markeren. Ook het woord 'leuk' is bijvoorbeeld geen Fries. Afhankelijk van de context verwijzen wij dan naar moai of aardich."

Poes of pûs?

Die standaardregels bezorgden Duijff nog de nodige kopzorgen bij het samenstellen van de Woordenlijst. Het bleek namelijk dat de officiële spellingsregels uit 1879, herzien in 1945 en 1976, lang niet altijd consequent werden toegepast door de Friezen.

"De regels zijn in 1879 beschreven en daarna nooit meer. In 1945 werden alleen wijzigingen beschreven en in 1976 wijzigingen op wijzigingen. Dan zie je door de bomen het bos niet meer. We hebben nu die regels eens allemaal beschreven en toen zagen we dat de regels niet allemaal zijn gehanteerd."

"De Friezen, ook de woordenboekschrijvers, hebben anders geschreven dan de regels voorschrijven", legt Duijff uit. "Zo krijgen officieel alleen woorden die uit het oud-Fries stammen een oe, de andere met de oe-klank krijgen een û. Toch schrijft geen enkele Fries broek als brûk of poes als pûs, terwijl die woorden niet uit het oud-Fries stammen."

"Die spelling van de oe-klanken, waar het Fries er veel van heeft, was wat ongelukkig geregeld", erkent Duijff. "De regels consequent doorvoeren in de Woordenlijst was geen optie, omdat dan het woordbeeld van veel woorden zou veranderen. Dat wilden we niet."

Regels aangepast

"Nu hebben we de regel aangepast: de nieuwe regel is dat als het Nederlands een oe heeft in het vergelijkbare woord, wij dat ook zo schrijven. Zo niet, dan schrijven wij een û. Dat komt nagenoeg 100 procent overeen met de praktijk van nu. Rond de vijftig woorden veranderen

van schrijfwijze."

De meeste woorden die te maken krijgen met de verandering worden nauwelijks meer gebruikt. Er zijn maar een paar woorden waarbij de verandering opvalt, zoals 'droog'. Dat schreven de Friezen altijd als droech, maar volgens de nieuwe regels wordt het drûch.

V of f

In een enkel geval leverde het zelfs winst op, bijvoorbeeld bij het homoniem boek. "Dat woord wordt in het Fries op twee manieren uitgesproken", vertelt Duijff. "Met een korte oe is het een boek dat je kunt lezen, met een lange oe is het een beukenboom. In woordbeeld zag je geen verschil, maar je moet het wel verschillend uitspreken. We gaan het nu ook verschillend schrijven, omdat beuk in het Nederlands geen oe heeft, schrijven wij bûk."

De regels voor woorden uit buitenlandse talen werden ook aangescherpt. Zo was het onduidelijk of het nu televyzje of telefyzje moest zijn. "Een Fries woord begint nooit met een v. Die spreken we zo niet uit, dus schrijven we hem ook niet", aldus de redacteur. "Maar er was niks geregeld voor als je een woordvorm in het midden van een woord hebt in een samenstelling. Wij hebben voorgesteld om voor een f te kiezen, omdat telefyzje een samengesteld woord is en zo overeenkomt met de regels."

Keuzes

Tijdens het samenstellen van de lijst was er in de Friese media veel commentaar op het werk van de Akademy, bijvoorbeeld van mensen die bang waren dat poes voortaan pûs zou worden of dat de voorkeursvorm romte de variant rûmte zou vervangen. "Er is wat discussie geweest", zegt Duijff. "Daar zijn we op een wetenschappelijk instituut altijd blij mee."

Duijff hoopt dat ook de critici straks gebruik maken van de spellingchecker. "Als de provincie je vraagt een woordenlijst te maken, dan moet je keuzes maken. Maar als je de spellingchecker gebruikt, kom je de andere vormen ook tegen. We wijzen niets af, we geven een handreiking."

http://nos.nl/artikel/709075-spellingcheck-in-het-fries.html

It dôve ear fan Hanno Brand en de Fryske Akademy

Yn in kultuer dy't iepen wêze wol, heart gjin sprekferbod thús. Dochs wie dat ferline jier it gefal, doe't yn it sjapiter fan de staveringskwestje direkteur Hanno Brand fan de Fryske Akademy (FA) syn meiwurkers dat ferbod oplei. No't de staveringswiziging sa goed as yn kalk en semint is – de Steaten sille der yn desimber definityf oer kedize – is de Akademy oan in grut pr-offensyf begûn.

Under oaren de NOS hapte ta en pakte út mei in grut nijsartikel "Spellingcheck in het Fries." (11/10/14). Pieter Duijff, projektredakteur by de Akademy, docht dêryn it ferset tsjin de feroarings fan de staveringsrigels en de standerdisearring (standertwurdlist) ôf mei it sizzen dat "er wat discussie is geweest."

Cedin-meiwurker en ûnderwiisman Douwe Kootstra helle lêstenwyks itselde bagatellisearjende 'grapke' út, doe't er yn it programma *Bynt* fan Omrop Fryslân op tige gewichtige wize mei in menisteleagen it publyk foarhold dat "it om mar in hiele lytse groep wittenskippers giet dat tsjin is."

Gjin draachflak

Pieter Duijff en Douwe Kootstra – beide meitsje part út fan in lyts espeltsje ynstitúsjonele Fryske taalideologen – fytse mei in like bline as arrogante foarm fan taalterreur moedwillich foarby oan de werklikheid, yn dizzen de tsjinstân fan in groep fan mear as hûndert krityske wittenskippers, skriuwers, studinten Frysk en minsken út it ûnderwiis, de media en útjouwerij.

Yn in oprop oan Provinsjale Steaten hat dizze groep der mei klam op wiisd dat it yn april 2013 nommen beslút fan de Steaten om de Fryske Akademy troch gean te litten mei de staveringswiziging wittenskiplik min ûnderboud is en net basearre op serieus draachflakûndersyk. Under harren de heechleararen Nils Århammar, Philippus Breuker, Henry J. Baron, Germen de Haan, Siemon Reker en Goffe Jensma.

Yn it begeliedende brief by neamde oprop, in skriuwen dat mei-inoar troch 104 tsjinstanners ûndertekene waard [sj. de list ûnder it brief], seit ien fan de arguminten tsjin de plannen fan de Akademy: "It Frysk hat al in kwetsbere posysje yn it ûnderwiis, fan beukerskoalle oant universiteit. Dêrby komt it Frysk as skriuwtaal hielendal oan 'e krapperein. It ûnderwiis hat, wy wize dêr nochris op, ferlet fan rêst, fan stabiliteit, net fan ûnnedige, sels hiel ferkearde feroaringen!"

Propagandaslach

Yllustratyf foar de resinte propagandaslach fan de Fryske Akademy en de provinsje is it feit dat by de presintaasje fan de demo Taalweb Frysk [de staveringshifker], ferline wike op it provinsjehûs yn Ljouwert, gjinien fan de groep fan tsjinstanners troch de provinsje en/of Akademy útnoege wie. Lyksa kaam der yn it Omropprogramma *Bynt*, dat oer de staveringskwestje gie, gjin inkelde tsjinstanner oan it wurd, behalve dus in ynstitúsjonele apparatsjik.

Topdown

Wa't yn it stik fan de kommunikaasje nei it fjild ta bygelyks de facebookpagina fan de Fryske Akademy acht slacht, sil fernimme dat it ynstitút fan Hanno Brand de lêste oardeljier mar ien wurd beuzige hat as it om de staveringswiziging gong: radiostilte.

Njonken it protestferbod foar de meiwurkers fan de Akademy reinde it oare, mear proseduerele skandalen. De troch de provinsje ynstelde kommisje-Bloemhoff dy't de Akademyplannen neutraal hifkje moast, bliek de besmodske kant it neist, doe't yn in letter stadium nei foaren kaam dat de foarsitter, Bloemhoff, as gastûndersiker by de Fryske Akademy ûnderdak fûn hie.

Underwilens is it de groep fan mear as hûndert tsjinstanners net tastien om it nije Taalweb Frysk en

de nije definitive standertwurdlist yn te sjen of oars te hifkjen. It iene en oar sil oant healwei desimber, as de Fryske Steaten oer de kwestje beslisse, geheim bliuwe.

Fierders is it noch altiten net dúdlik wat it draachflak foar de staveringswiziging is en wat de werklike kosten wêze sille dy't mei de wiziging mank binne.

Al mei al giet it om in nuodlike kwestje, net yn it lêste plak fanwegen de soarchlike en behyplike demokratyske gong fan saken om de staveringswiziging hinne, yn syn soarte in typyske foarm fan rücksichtlose top-down polityk. Yn lannen as Timboektoe wol men dat soarte fan dead-end-street-polityk noch wolris tsjinkomme, mar elás, it Fryslân fan 2014 skammet him der ek net foar.

http://eeltsjehettinga.nl/it-dove-ear-fan-hanno-brand-en-de-fryske-akademy/